

**KONSOLIDEARRE FERZJE**

**FAN IT FERDRACH OANGEANDE**  
**DE EUROPEESKE UNY**

**EN**

**IT FERDRACH OANGEANDE DE WURKING**  
**FAN DE EUROPEESKE UNY**



## YNHÂLDSOPJEF TE

<b>FERDRACH OANGEANDE DE EUROPEESKE UNY</b> .....	9
PREÄMBULE .....	11
TITEL I MIENSKIPLIKE BEPALINGEN .....	12
TITEL II BEPALINGEN OANGEANDE DE DEMOKRATYSKE BEGJINSELS ...	16
TITEL III BEPALINGEN OANGEANDE DE YNSTELLINGEN .....	18
TITEL IV BEPALINGEN OANGEANDE DE HECHTERE GEARWURKING .....	24
TITEL V ALGEMIENE BEPALINGEN OANGEANDE IT EKSTERN HANNEL- JEN FAN DE UNY EN SPESIFIKE BEPALINGEN OANGEANDE IT MIENSKIPLIK BÛTENLÂNSK BELIED EN FEILICHHEIDSBELIED ...	25
Haadstik 1 Algemiene bepalingen oangeande it ekstern hanneljen fan de Uny .	25
Haadstik 2 Spesifike bepalingen oangeande it mienskiplik bûtenlânsk belied en feilichheidsbelied .....	27
Ofdieling 1 Mienskiplike bepalingen .....	27
Ofdieling 2 Bepalingen oangeande it mienskiplik feilichheids- en definsjebelied .....	35
TITEL VI SLOTBEPALINGEN .....	39
<b>FERDRACH OANGEANDE DE WURKING FAN DE EUROPEESKE UNY</b> .....	45
PREÄMBULE .....	47
EARSTE DIEL DE BEGJINSELS .....	48
TITEL I KATEGORYEN EN MËDEN DÊR'T DE UNY FOECH HAT .....	48
TITEL II ALGEMIEN JILDENDE BEPALINGEN .....	51
TWADDE DIEL NON-DISKRIMINAASJE EN BOARGERSKIP FAN DE UNY .....	54

TREDDE DIEL	IT BELIED EN YNTERN HANNELJEN FAN DE UNY .....	57
TITEL I	DE YNTERNE MERK .....	57
TITEL II	IT FRIJE FERKEAR FAN WAREN .....	57
	Haadstik 1    De dûane-uny .....	58
	Haadstik 2    De dûane-gearwurking .....	59
	Haadstik 3    Ferbod op kwantitative beheirings tusken de lidsteaten .....	59
TITEL III	LÂNBOU EN FISKERIJ .....	60
TITEL IV	IT FRIJE FERKEAR FAN PERSOANEN, TSJINSTEN EN KAPITAAL .....	64
	Haadstik 1    De wurknimmers .....	64
	Haadstik 2    It rjocht fan fêstiging .....	66
	Haadstik 3    De tsjinsten .....	68
	Haadstik 4    It kapitaal- en betellingsferkear .....	70
TITEL V	DE ROMTE FAN FRIJHEID, FEILICHHEID EN RJOCHT .....	72
	Haadstik 1    Algemeine bepalingen .....	72
	Haadstik 2    Belied oangeande grinskontrôles, asyl en ymmigraasje .....	74
	Haadstik 3    Justisjele gearwurking yn boargerlike saken .....	77
	Haadstik 4    Justisjele gearwurking yn strafsaken .....	78
	Haadstik 5    Polisjele gearwurking .....	82
TITEL VI	FERFIER .....	84
TITEL VII	MIENSKIPLIKE REGELS OANGEANDE KONKURRINSJE, BELESTINGEN EN ûNDERLINGE OANPASSING FAN DE WETJOUWINGEN .....	87
	Haadstik 1    Konkurrinsjeregels .....	87
	Ofdieling 1    Regels foar de ûndernimmings .....	87
	Ofdieling 2    Stipemaatregels fan de steaten .....	90

Haadstik 2	Bepalingen oangeande belastingen .....	92
Haadstik 3	De oanpassing fan de wetjouwingen .....	93
TITEL VIII	EKONOMYSK EN MONETÊR BELIED .....	95
Haadstik 1	Ekonomysk belied .....	96
Haadstik 2	Monetêr belied .....	101
Haadstik 3	Ynstitusjonele bepalingen .....	104
Haadstik 4	Spesifike bepalingen foar de lidstaten dy't de euro as munt hawwe .....	105
Haadstik 5	Oergongsbepalingen .....	106
TITEL IX	WURKGELEGENHEID .....	110
TITEL X	SOSJALE POLITYK .....	112
TITEL XI	IT EUROPEESK SOSJAAL FÛNS .....	118
TITEL XII	ÛNDERWIIS, BEROPSOPLIEDING, JONGEREIN EN SPORT ..	119
TITEL XIII	KULTUER .....	121
TITEL XIV	FOLKSSÛNENS .....	122
TITEL XV	KONSUMINTEBESKERMING .....	123
TITEL XVI	TRANS-EUROPEESKE NETWURKEN .....	124
TITEL XVII	YNDUSTRY .....	125
TITEL XVIII	EKONOMYSKE, SOSJALE EN TERRITORIALE GEARHING ..	126
TITEL XIX	ÛNDERSYK, TECHNOLOGYSKE ÛNTWIKKELING EN ROMTE(FEART) .....	128
TITEL XX	MILJEU .....	131
TITEL XXI	ENERZJY .....	134
TITEL XXII	TOERISME .....	135
TITEL XXIII	SIVILE BESKERMING .....	135
TITEL XXIV	ADMINISTRATIVE GEARWURKING .....	136

FJIRDE DIEL	DE ASSOSJAASJE FAN DE OERSEESKE LANNEN EN GEBIETEN	136
FYFDE DIEL	EKSTERN HANNELJEN FAN DE UNY .....	139
TITEL I	ALGEMIENE BEPALINGEN OANGEANDE IT EKSTERN HANNELJEN FAN DE UNY .....	139
TITEL II	DE MIENSKIPLIKE HANNELSPOLITYK .....	139
TITEL III	GEARWURKING MEI TREDDE LANNEN EN HUMANITÊRE HELP .....	141
Haadstik 1	Untwikkelingsgearwurking .....	141
Haadstik 2	Ekonomyske, finansjele en technyske gearwurking mei tredde lannen .....	142
Haadstik 3	Humanitêre help .....	143
TITEL IV	BEHEINENDE MAATREGELS .....	144
TITEL V	YNTERNASJONALE OERENKOMSTEN .....	144
TITEL VI	BETREKKINGEN FAN DE UNY MEI YNTERNASJONALE ORGANISAASJES, MEI TREDDE LANNEN EN DELE- GAASJES FAN DE UNY .....	147
TITEL VII	SOLIDARITEITSKLAUSULE .....	148
SECHSDE DIEL	YNSTITUSJONELE EN FINANSJELE BEPALINGEN .....	149
TITEL I	YNSTITUSJONELE BEPALINGEN .....	149
Haadstik 1	De ynstellingen .....	149
Ofdieling 1	It Europeesk Parlemint .....	149
Ofdieling 2	De Europeeske Ried .....	153
Ofdieling 3	De Ried .....	154
Ofdieling 4	De Kommisje .....	156
Ofdieling 5	It Hof fan Justysje fan de Europeeske Uny .....	158
Ofdieling 6	De Europeeske Sintrale Bank .....	167
Ofdieling 7	De Rekkenkeamer .....	169

Haadstik 2	Rjochtshannelingen fan de Uny, fêststellingsprosedueres en oare bepalingen .....	172
Ofdieling 1	Rjochtshannelingen fan de Uny .....	172
Ofdieling 2	Fêststellingsprosedueres en oare bepalingen .....	174
Haadstik 3	De advysorganen fan de Europeeske Uny .....	178
Ofdieling 1	It Ekonomysk en Sosjaal Komitee .....	178
Ofdieling 2	It Komitee fan de Regio's .....	180
Haadstik 4	De Europeeske Ynvestearingsbank .....	181
<b>TITEL II</b>	<b>FINANSJELE BEPALINGEN .....</b>	<b>182</b>
Haadstik 1	De eigen middels fan de Uny .....	183
Haadstik 2	Mearjierrich finansjeel ramt .....	183
Haadstik 3	De jierlikse begutting fan de Uny .....	184
Haadstik 4	Utfiering fan de begutting en it jaan fan ûntlêstiging .....	187
Haadstik 5	Mienskiplike bepalingen .....	188
Haadstik 6	Fraudebestriding .....	190
<b>TITEL III</b>	<b>HECHTERE GEARWURKING .....</b>	<b>190</b>
<b>SÂNDE DIE</b>	<b>ALGEMIENE EN SLOTBEPALINGEN .....</b>	<b>193</b>
<b>TAHEAKKEN</b>	.....	<b>203</b>
TAHEAKKE I	List dy't neamd wurdt yn kêst 38 fan it Ferdrach oangeande de wurking fan de Europeeske Uny .....	205
TAHEAKKE II	Oerseeske lannen en gebieten dêr't de bepalingen fan it Fjirde Die fan it Ferdrach oangeande de wurking fan de Europeeske Uny op fan tapassing binne .....	208





**KONSOLIDEARRE FERZJE**  
**FAN IT**  
**FERDRACH OANGEANDE DE EUROPEESKE UNY**



## PREÄMBULE

SYN MAJESTEIT DE KENING FAN DE BELGEN, HAR MAJESTEIT DE KENINGINNE FAN DENEMARKE, DE PRESIDINT FAN DE BÛNSREPUBLIK DÛTSLÂN, DE PRESIDINT FAN DE HELLEENSKE REPUBLIK, SYN MAJESTEIT DE KENING FAN SPANJE, DE PRESIDINT FAN DE FRÂNSKE REPUBLIK, DE PRESIDINT FAN IERLÂN, DE PRESIDINT FAN DE ITALIAANSKE REPUBLIK, SYN KENINKLIKE HEECHHEID DE GRUTHARTOCH FAN LÛKSEMBOARCH, HAR MAJESTEIT DE KENINGINNE FAN DE NEDERLANNEN, DE PRESIDINT FAN DE PORTUGESKE REPUBLIK, HAR MAJESTEIT DE KENINGINNE FAN IT FERIENE KENINKRYK FAN GRUT-BRITTANNIË EN NOARD-IERLÂN<sup>1</sup>,

FÊST FAN DOEL om in nije etappe te markearjen yn it proses fan Europeeske yntegraasje, dêr't in begjin mei makke is troch de oprjochting fan de Europeeske Mienskippen,

YNSPIREARRE troch de kulturele, religieuze en humanistyske tradysjes fan Europa, dy't de grûnslach foarmje foar de ûntjouwing fan de universele wearden fan de ûnskenbere en ûnferfrjemdbere rjochten fan de minske en ek fan frijheid, demokrasy, gelikensens en de rjochtssteat,

YNDACHTICH it histoarysk belang fan it beëinigjen fan de dieling fan it Europeeske kontinint en de needsaak om solide grûnslagen te lizzen foar de opbou fan it takomstige Europa,

MEI DE BEFÊSTIGING fan harren hingjen oan de begjinsels fan frijheid, demokrasy en it earbi edigjen fan de minskerjochten en de fûnemintele frijheden en fan de rjochtssteat,

MEI DE BEFÊSTIGING fan harren hingjen oan de sosjale grûnrjochten lykas omskreaun yn it op 18 oktober 1961 te Turyn ûndertekene Europeesk Sosjaal Hânfêst en yn it Mienskipshânfêst fan de sosjale grûnrjochten fan de wurknimmers fan 1989,

MEI DE WINSK om de solidariteit tusken harren folken te ferdjipjen mei achtsal oan fan harren skiednis, kultuer en tradysjes,

MEI DE WINSK om de demokratyske en doelmjittige wurking fan de ynstellingen fierder te fersterken, en harren sa by steat te stellen om de oan harren tabetroude taken better út te fieren, binnen ien inkeld ynstitusjoneel ramt,

FÊST FAN DOEL om de fersterking en de konverginsje fan harren ekonomyen te ferwêzentlikjen en om in ekonomyske en monetêre uny ta stân te bringen mei, neffens itjinge dat bepaald is yn dit Ferdrach en it Ferdrach oangeande de wurking fan de Europeeske Uny, ien inkeld en stabile muntienheid,

---

<sup>1</sup> De Tsjechyske Republyk, de Republyk Estlân, de Republyk Syprus, de Republyk Letlân, de Republyk Litouwen, de Republyk Hongarije, de Republyk Malta, de Republyk Eastenryk, de Republyk Poalen, Roemenië, de Republyk Slovenië, de Slowaakske Republyk, de Republyk Finlân en it Keninkryk Sweden binne ûnderwilens lid wurden fan de Europeeske Uny.

FÊST FAN DOEL om de ekonomyske en sosjale foarútgong fan harren folken te befoarderjen, mei achtslaan fan it begjinsel fan duorsume ûntjouwing en yn it ramt fan it ferwêzentlikjen fan de ynterne merk en ek fan fersterke koheezje en miljeubeskerming, en om in belied te fieren dat der boarch foar stiet dat de foarútgong op it mêd fan de ekonomyske yntegraasje en de foarútgong op oare mêden lyk mei-inoar opgean,

FÊST FAN DOEL om foar de steatsboargers fan harren lannen in mienskiplik boargerskip yn te fieren,

FÊST FAN DOEL om in mienskiplik bûtenlânsk belied en feilichheidsbelied te fieren, dêrby ynbegrepen it rjochteljens fêststellen fan in mienskiplik definysjebelied dat liede kinne soe ta in mienskiplike definysje neffens de bepalingen fan kêst 42, en sa de Europeeske identiteit en ûnôfhinklikheid te fersterkjen om frede, feilichheid en foarútgong yn Europa en yn de wrâld te befoarderjen,

FÊST FAN DOEL om it frije ferkear fan persoanen makliker te meitsjen en tagelyk ek de feilichheid en wissichheid fan harren folken te garandearjen, troch in romte fan frijheid, feilichheid en rjochtfearlichheid ta stân te bringen, neffens itjinge dat bepaald is yn dit Ferdrach en it Ferdrach oangeande de wurking fan de Europeeske Uny,

FÊST FAN DOEL om troch te gean mei it proses fan it ta stân bringen fan in hieltyd hechter ferbûn tusken de folken fan Europa, dêr't besluten sa ticht mooglik by de boargers nommen wurde neffens it subsidiariteitsbegjinsel,

MEI IT EACH OP fierdere stappen dy't set wurde moatte om de Europeeske yntegraasje te befoarderjen,

HAWWE BESLETTEN om in Europeeske Uny op te rjochtsjen en hawwe mei dat doel as harren folmachten oanwiisd:

*(list fan ûndertekeners net opnommen)*

DY'T it iens wurden binne oer de neikommende bepalingen, nei it oerlizzen fan harren folmachten, dy't goed en nei behearren befûn binne:

## TITEL I

### MIENSKIPLIKE BEPALINGEN

*Kêst 1*  
(âld kâst 1 FEU)<sup>1</sup>

Mei dit Ferdrach rjochtsje de HEGE FERDRACHSLUTENDE PARTIJEN mei-inoar in

---

<sup>1</sup> Dizze ferwizing is inkeld yndikatyf. De ôfkoarting FEU wurdt brûkt foar it âlde Ferdrach oangeande de Europeeske Uny, de ôfkoarting FEM foar it eardere Ferdrach ta oprjochting fan de Europeeske Mienskippen.

EUROPEESKE UNY op, tenei "de Uny", dêr't de lidsteaten foegen oan tadiete om harren mienskiplike doelstellingen te berikken.

Dit Ferdrach markearret in nije etappe yn it proses fan it ta stân bringen fan in hieltyd hechter ferbûn tusken de folken fan Europa, dêr't de besluten yn in sa grut mooglike iepenheid en sa ticht mooglik by de boarger nommen wurde.

De Uny is grûndearre op dit Ferdrach en op it Ferdrach oangeande de wurking fan de Europeeske Uny (tenei "de Ferdraggen"). Dy beide ferdraggen hawwe deselde juni dyske wearde. De Uny komt yn it plak fan de Europeeske Mienskip, dêr't er de opfolger fan is.

### *Kêst 2*

De wearden dêr't de Uny op berêst, binne earbied foar minsklike waardichheid, frijheid, demokrasy, gelikensens, de rjochtssteat en it earbiedigjen fan de minskerjochten, dêrûnder de rjochten fan persoanen dy't ta minderheden hearre. Dy wearden hawwe de lidsteaten mien yn in maatskippij dy't karakterisearre wurdt troch pluralisme, non-diskriminaasje, ferdraachsumheid, rjochtfeardichheid, solidariteit en gelikensens fan froulju en manlju.

### *Kêst 3* (âld kêst 2 FEU)

1. De Uny hat as doel om de frede, syn wearden en it wolwêzen fan syn folken te befoarderjen.
2. De Uny biedt syn boargers in romte fan frijheid, feilichheid en rjocht sûnder binnengrinzen, dêr't it frije ferkear fan persoanen yn garandearre is yn kombinaasje mei passende maatregels oangeande kontrôles oan de bûtengrinzen, asyl, ymmigraasje, en it tefoaren kommen en bestriden fan kriminaliteit.
3. De Uny bringt in ynterne merk ta stân. Hy set him yn foar de duorsume ûntjouwing fan Europa, op basis fan in lykwichtige ekonomyske groei en fan pruisstabiliteit, in sosjale merkeconomy mei in grut konkurrinsjetermogen dy't rjochte is op folsleine wurkgellegenheid en sosjale foarútgong, en fan in heech nivo fan beskerming en ferbettering fan de kwaliteit fan it miljeu. De Uny befoarderet de wittenskiplike en technyske foarútgong.  
  
De Uny bestriidt sosjale útsluting en diskriminaasje, en befoarderet sosjale rjochtfeardichheid en beskerming, de gelikensens fan froulju en manlju, de solidariteit tusken generaasjes en it beskermjen fan de rjochten fan it bern.  
  
De Uny befoarderet de ekonomyske, sosjale en territoriale gearhing, en de solidariteit tusken de lidsteaten.  
  
De Uny earbiediget syn ryk ferskaat oan kultuer en taal en sjocht ta op it ynstânhâlden en de ûntjouwing fan it Europeeske kulturele erfgoed.
4. De Uny stelt in ekonomyske en monetêre uny yn dy't de euro as munt hat.

5. Yn de betrekkingen mei de rest fan de wrâld hanthavenet en befoarderet de Uny syn wearden en belangen en draacht by ta it beskermjen fan syn boargers. Hy draacht by ta frede, feilichheid, duorsume ûntjouwing fan de ierde, solidariteit en wjersidich respekt tusken de folken, frije en earlike hannel, it ferdriuwen fan earmoed en it beskermjen fan de minskerjochten, benammen de rjochten fan it bern, en ek ta it sekuer earbiedigen en ûntwikkeljen fan it ynternasjonaal rjocht, dêrby ynbegrepen it ynachtnimmen fan de begjinsels fan it Hântfêst fan de Ferene Naasjes.

6. De Uny stribbet dy doelstellingen mei passende middels nei, neffens de foegen dy't him dêrta yn de Ferdraggen tadield binne.

#### *Kêst 4*

1. Neffens kêst 5 hearre foegen dy't yn de Ferdraggen net oan de Uny tadield binne, ta oan de lidsteaten.

2. De Uny earbiediget de gelikensens fan de lidsteaten foar de Ferdraggen, en ek harren nasjonale identiteit dy't besletten leit yn harren politike en konstitúsionele basisstruktueren, dêrûnder dy foar regionaal en lokaal selsbestjoer. Hy earbiediget de essinsjele steatsfunksjes, benammen de ferdigening fan de territoriale yntegriteit fan de steat, it hanthavenjen fan de iepenbiere oarder en it beskermjen fan de nasjonale feilichheid. Benammen de nasjonale feilichheid bliuwt inkeld en allinnich de ferantwurdlikheid fan elke lidsteat.

3. Ut krêft fan it begjinsel fan loyale gearwurking respektearje de Uny en de lidsteaten inoar en stypje hja inoar by it úthieren fan de taken dy't folgje út de Ferdraggen.

De lidsteaten nimme alle tapaslike algemiene en bysûndere maatregels om de ferplichtingen dy't folgje út de Ferdraggen of út de rjochtshannelingen fan de ynstellingen fan de Uny, nei te kommen.

De lidsteaten skewiele de Uny by it úthieren fan syn taak en ûnthâlde harren fan alle maatregels dy't it ferwêzentlikjen fan de doelstellingen fan de Uny yn gefaar bringe kinne.

#### *Kêst 5*

(âld kêst > FEM)

1. By it ôfbeakenjen fan de foegen fan de Uny jildt it begjinsel fan foechtadieling. By it útoefenjen fan dy foegen jilde de begjinsels fan subsidiariteit en evenredichheid.

2. Ut krêft fan it begjinsel fan de foechtadieling hannellet de Uny inkeld en allinnich binnen de grinzen fan de foegen dy't him troch de lidsteaten yn de Ferdraggen tadield binne om de dêryn bepaalde doelstellingen te ferwêzentlikjen. Foegen dy't yn de Ferdraggen net oan de Uny tadield binne, hearre ta oan de lidsteaten.

3. Ut krêft fan it subsidiariteitsbegjinsel hannellet de Uny op de mêden dy't net ûnder syn eksklusyf foech falle, inkeld en allinnich as en foarsahtert de doelstellingen fan it foarnommen hanneljen net foldwaande troch de lidsteaten op sintraal, regionaal of lokaal nivo ferwêzentlike wurde kinne, mar fanwegen de omfang of de gefolgen fan it foarnommen hanneljen better troch

de Uny berikt wurde kinne.

De ynstellingen fan de Uny passe it subsidiariteitsbegjinsel ta neffens it Protokol oangeande it tapassen fan de begjinsels fan subsidiariteit en evenredichheid. De nasjonale parleminten sjogge der neffens de yn dat Protokol fêstleine proseduere op ta dat it subsidiariteitsbegjinsel earbiedige wurdt.

4. Ut krêft fan it evenredichheidsbegjinsel gean de ynhâld en de foarm fan it hanneljen fan de Uny net fierder as dat nedich is om de doelstellingen fan de Ferdraggen te ferwêzentlikjen.

De ynstellingen fan de Uny passe it evenredichheidsbegjinsel ta neffens it Protokol oangeande it tapassen fan de begjinsels fan subsidiariteit en evenredichheid.

*Kêst 6*  
(âld kêst 6 FEU)

1. De Uny erkent de rjochten, frijheden en begjinsels dy't fêststeld binne yn it Hânfêst fan de grûnrjochten fan de Europeeske Uny fan 7 desimber 2000, lykas oanpast op 12 desimber 2007 yn Straatsboarch, dat deselde jurdyske wearde hat as de Ferdraggen.

De bepalingen fan it Hânfêst hâlde op gjin inkelde wize in ferromming yn fan de foegen fan de Uny lykas bepaald yn de Ferdraggen.

De rjochten, frijheden en begjinsels fan it Hânfêst wurde útlein neffens de algemiene bepalingen fan Titul VII fan it Hânfêst oangeande de útlis en tapassing derfan; dêrby wurde ek de yn it Hânfêst opnommen taljochtingen, dêrt de boamen fan dy bepalingen yn neamd binne, sekuer yn acht nommen.

2. De Uny slút him oan by it Europeesk Ferdrach ta it beskermjen fan de rjochten fan de minske en de fûnemintele frijheden. Dy oansluting feroaret de foegen fan de Uny, lykas bepaald yn de Ferdraggen, net.

3. De grûnrjochten, sa't dy garandearre wurde troch it Europeesk Ferdrach ta it beskermjen fan de rjochten fan de minske en de fûnemintele frijheden en sa't dy folgje út de konstitusjonele tradysjes dy't de lidsteaten mien hawwe, meitsje as algemiene begjinsels diel út fan it rjocht fan de Uny.

*Kêst 7*  
(âld kêst 7 FEU)

1. By in útstel mei reden en útlis fan in treddepart fan de lidsteaten, it Europeesk Parlemint of de Europeeske Kommissje kin de Ried, nei goedkarring fan it Europeesk Parlemint, mei in mearderheid fan fjouwer fyfdepart fan syn leden konstatearje dat der dúdlik gefaar bestiet foar in slimme en oanhâldende skeining troch in lidsteat fan de yn kêst 2 neamde wearde. Foar't dy konstatearing dien wurdt, heart de Ried de lidsteat yn kwestje en kin er dy lidsteat neffens deselde proseduere oanbefellingen dwaan.

De Ried giet geregeldwei nei oft de reden dy't laat hat ta syn konstatearring noch bestiet.

2. Op útstel fan in treddepart fan de lidsteaten of fan de Europeeske Kommisje, en nei goedkarring fan it Europeesk Parlemint, kin de Europeeske Ried mei ienriedigens fan stimmen in slimme en oanhâldende skeining fan de yn kêst 2 neamde wearden troch in lidsteat fêststelle, nei't er de lidsteat yn kwestje frege hat om syn stânpunt dato angeande nei foaren te bringen.

3. Wannear't de fêststelling neffens lid 2 dien is, kin de Ried mei kwalifisearre mearderheid fan stimmen beslute ta ûnderbrekking fan bepaalde rjochten dy't folgje út it tapassen fan de Ferdraggen op de lidsteat yn kwestje, dêrby ynbegrepen de stimrjochten fan de fertsjintwurdiger fan it regear fan dy lidsteat yn de Ried. De Ried hâldt dêrby rekken mei de mooglike gefolgen fan sa'n ûnderbrekking foar de rjochten en ferplichtingen fan natuerlike persoanen en rjochtspersoanen.

De ferplichtingen fan de lidsteat yn kwestje op grûn fan de Ferdraggen bliuwe yn alle gefallen binend foar dy lidsteat.

4. De Ried kin letter mei kwalifisearre mearderheid fan stimmen beslute om maatregels dy't nommen binne út krêft fan lid 3 te feroarjen of yn te lûken yn ferbân mei feroarings yn de situaasje dy't laat hat ta it oplizzen fan de maatregels.

5. De stimprosedueres dy't yn it ramt fan dit kêst jilde foar it Europeesk Parlemint, de Europeeske Ried en de Ried, wurde fêststeld yn kêst 354 fan it Ferdrach oangeande de wurking fan de Europeeske Uny.

#### *Kêst 8*

1. De Uny ûntwikkelet mei de oanbuorjende lannen bysûndere bannen, dy't derop rjochte binne om in romte ta stân te bringen fan wolfeart en goede buorskip, dy't stuolket op de wearden fan de Uny en dy't karakterisearre wurdt troch hechte en freedsume betrekkingen dy't basearre binne op gearwurking.

2. Foar it tapassen fan lid 1 kin de Uny mei de oanbelangjende lannen spesifike oerienkomsten slute. Dy oerienkomsten kinne fan wjerskanten rjochten en ferplichtingen omfetsje en boppedat foarsjen yn de mooglikheid ta mienskiplik hanneljen. Oer it útfieren fan de oerienkomsten is der geregeldwei oerlis.

## TITEL II

### **BEPALINGEN OANGEANDE DE DEMOKRATYSKE BEGJINSELS**

#### *Kêst 9*

De Uny earbiediget yn al syn aktiviteiten it begjinsel fan gelikensens fan syn boargers, dy't itselde omtinken krije fan syn ynstellingen, organen en ynstânsjes. Boarger fan de Uny is elkenien dy't de nasjonaliteit fan in lidsteat hat. It boargerskip fan de Uny komt neist it nasjonale boargerskip en net yn it plak dêrfan.



#### *Kêst 10*

1. De wurking fan de Uny is grûndearre op de represintative demokrasy.
2. De boargers wurde op it nivo fan de Uny streeknocht fertsjintwurdige yn it Europeesk Parlemint.

De lidsteaten wurde yn de Europeeske Ried fertsjintwurdige troch harren steatshaad of harren regearingslieder en yn de Ried troch harren regearing, dy't sels demokratiske ferantwurdig ferskuldige binne oan harren nasjonaal parlemint of oan harren boargers.

3. Elke boarger hat it rjocht om oan it demokratysk bestel fan de Uny diel te nimmen. De beslútfoarming kriget syn beslach sa iepen mooglik en sa ticht mooglik by de boarger.
4. De politike partijen op Europeesk nivo drage by ta de foarming fan in Europeesk polityk bewustwêzen en ta de utering fan de wil fan de boargers fan de Uny.

#### *Kêst 11*

1. De ynstellingen biede de boargers en de represintative organisaasjes fia passende wegen de mooglikheid om harren opfettingen te jaan oangeande alle ûnderdielen fan it hanneljen fan de Uny en dêr yn it iepenbier oer te diskusjearjen.
2. De ynstellingen fiere in iepen, transparante en regelmjittige dialooch mei represintative organisaasjes en mei it maatskiplik middenfjild.
3. Om 'e wille fan de gearhing en de transparânsje fan it hanneljen fan de Uny hat de Europeeske Kommisje op brede skaal oerlis mei de oanbelangjende partijen.
4. Wannear't op syn minst ien miljoen boargers fan de Uny, ôtkomstich út in signifikant oantal lidsteaten, fan betinken binne dat oangeande in oangelegenheid in rjochtshanneling fan de Uny nedich is om de Ferdragen út te fieren, kinne hja it inisjatyf nimme om de Europeeske Kommisje te freegjen om in passend útstel dêrta yn te tsjinjen binnen it ramt fan de foegen dy't oan de Kommisje tadield binne.

De prosedueres en betingsten foar it yntsjinjen fan sa'n inisjatyf wurde fêststeld neffens kêst 24, earste alinea, fan it Ferdrach oangeande de wurking fan de Europeeske Uny.

#### *Kêst 12*

De nasjonale parleminten drage aktyf by ta de goede wurking fan de Uny.

- a) troch har ynformearje te litten troch de ynstellingen fan de Uny en troch har ûntwerpen fan wetjouwingshannelingen fan de Uny tastjoere te litten, neffens it Protokol oangeande de rol fan de nasjonale parleminten yn de Europeeske Uny,

- b) troch derop ta te sjen dat it begjinsel fan subsidiariteit eerbiedige wurdt neffens de prosedueres neamd yn it Protokol oangeande it tapassen fan de begjinsels fan subsidiariteit en evenredichheid;
- c) troch, yn it ramt fan de romte fan frijheid, ferlicheid en rjocht, diel te nimmen oan de meganismen foar de evaluaasje fan de úthiering fan it beled fan de Uny yn dy romte, neffens kêst 70 fan it Ferdrach oangeande de wurking fan de Europeeske Uny, en troch behelle te wurden yn it politike tafersjoch op Eurojust en de evaluaasje fan de aktiviteiten fan Eurojust, neffens de kêsten 88 en 85 fan dat Ferdrach;
- d) troch diel te nimmen oan de prosedueres foar it feroarjen fan de Ferdraggen, neffens kêst 48 fan dit Ferdrach;
- e) troch har op 'e hichte bringe te litten fan fersiken om oansluting by de Uny, neffens kêst 49 fan dit Ferdrach;
- f) troch diel te nimmen oan de ynterparlemintêre gearwurking tusken de nasjonale parleminten en mei it Europeesk Parlemint, neffens it Protokol oangeande de rol fan de nasjonale parleminten yn de Europeeske Uny.

### TITEL III

#### BEPALINGEN OANGEANDE DE YNSTELLINGEN

##### *Kêst 13*

1. De Uny hat in ynstitusjoneel ramt, dat derta tsjinnet om syn wearden út te dragen, syn doelstellingen nei te stribjen, syn belangen en de belangen fan syn boargers en fan de lidsteaten te tsjinjen, en de gearhing, de effektiviteit en de kontinuïteit fan syn beled en syn hanneljen te garandearjen.

De ynstellingen fan de Uny binne:

- it Europeesk Parlemint,
- de Europeeske Ried,
- de Ried,
- de Europeeske Kommisje (tenei "de Kommisje"),
- it Hof fan Justysje fan de Europeeske Uny,
- de Europeeske Sintrale Bank,
- de Rekkenkeamer.

2. Elke ynstelling hannellet binnen de grinzjen fan de foegen dy't him yn de Ferdraggen tadield binne en neffens de dêryn bepaalde prosedueres, betingsten en doelstellingen. De ynstellingen wurkje loyaal gear.

3. De bepalingen oangeande de Europeeske Sintrale Bank en de Rekkenkeamer en ek neiere bepalingen oangeande de oare ynstellingen stean yn it Ferdrach oangeande de wurking fan de Europeeske Uny.

4. It Europeesk Parlemint, de Ried en de Kommisje wurde bystien troch in Ekonomysk en Sosjaal Komitee en in Komitee fan de Regio's, dy't in advisearjende taak hawwe.

#### *Kêst 14*

1. It Europeesk Parlemint oefenet mei de Ried de wetjouwingstaak en de begruttingstaak út. It oefenet politike kontrôle en advisearjende taken út ûnder de yn de Ferdraggen bepaalde betingsten. It kiest de foarsitter fan de Kommisje.

2. It Europeesk Parlemint bestiet út fertsjintwurdigers fan de boargers fan de Uny. Harren oantal is net mear as sânhûndertfyftich, plus de foarsitter. De boargers binne degressyf evenredich fertsjintwurdige, mei op syn minst seis leden foar elke lidsteat. Gjin inkelde lidsteat kriget mear as seisennjoggentich sitten tawiisd.

De Europeeske Ried stelt mei ienredigens fan stammen op in sjatyf fan en nei goedkaming troch it Europeesk Parlemint in beslút oangeande de gearstalling fan it Europeesk Parlemint fêst, mei achtslaan fan de begjinsels dy't yn de earste alinea neamd binne.

3. De leden fan it Europeesk Parlemint wurde troch streekkrjochte, frije en geheime algemiene ferkiezingen foar in perioade fan fiifjier keazen.

4. It Europeesk Parlemint kiest út syn leden de foarsitter en it presidium.

#### *Kêst 15*

1. De Europeeske Ried jout de nedige ympulzen foar de ûntjouwing fan de Uny en bepaalt de algemiene politike beliedslinjen en prioriteiten. Hy oefenet gjin wetjouwingstaak út.

2. De Europeeske Ried bestiet út de steatshaden en regearingslieders fan de lidsteaten, syn eigen foarsitter en de foarsitter fan de Kommisje. De hege fertsjintwurdiger fan de Uny foar bûtenlânske saken en feilichheidsbelied nimt diel oan it wurk fan de Europeeske Ried.

3. De Europeeske Ried wurdt twa kear it healjier troch syn foarsitter gearroppen. As de agenda soks freget, kinne de leden fan de Europeeske Ried beslute om harren elk bystean te litten troch in minister en, wat de foarsitter fan de Kommisje oanbelanget, troch in lid fan de Kommisje. As de situaasje soks freget, ropt de foarsitter in bûtengewoane gearkomste fan de Europeeske Ried gear.

4. De Europeeske Ried sprekt him by konsensus út, of it moast wêze dat der yn de Ferdraggen wat oars bepaald is.

5. De Europeeske Ried kiest syn foarsitter mei kwalifisearre mearderheid fan stimmen foar in perioade fan twa en in heal jier. De foarsitter kin ienris op 'en nij keazen wurde. As de foarsitter behundere is of op slimme wize tekoartsjút, kin de Europeeske Ried neffens deselde prosedueren syn mandaat beëindigje.

6. De foarsitter fan de Europeeske Ried:

- a) liedt en stimulearret it wurk fan de Europeeske Ried;
- b) soarget, yn gearwurking mei de foarsitter fan de Kommisje en op basis fan it wurk fan de Ried Algemiene Saken, foar de tarieding en de kontinuïteit fan it wurk fan de Europeeske Ried;
- c) befoarderet de gearhing en de konsensus binnen de Europeeske Ried;
- d) leit nei ôf fan alle byenkomsten fan de Europeeske Ried in ferlach foar oan it Europeesk Parlemint.

De foarsitter fan de Europeeske Ried soarget op dat nivo en yn dy hoedanichheid foar de eksterne fertsjintwurdiging fan de Uny yn oangelegenheden dy't ûnder it mienskiplik bûtenlânsk belied en feilichheidsbelied falle, mei behâld fan de oan de hege fertsjintwurdiger fan de Uny foar bûtenlânske saken en feilichheidsbelied tadielde foegen.

De foarsitter fan de Europeeske Ried kin gjin nasjonaal mandaat útoefenje.

#### *Kêst 16*

1. De Ried oefenet yn 'e mande mei it Europeesk Parlemint de wetjouwingstaak en de begruttingstaak út. De Ried oefenet beliedsbepalende en koördinearjende taken út ûnder de yn de Ferdraggen bepaalde betingsten.

2. De Ried bestiet út in fertsjintwurdiger fan elke lidsteat op ministerieel nivo, dy't machtige is om it regear fan de lidsteat dy't er fertsjintwurdiget, te binen en om it stimrjocht út te oefenjen.

3. De Ried beslút mei kwalifisearre mearderheid fan stimmen, of it moast wêze dat der yn de Ferdraggen wat oars bepaald is.

4. Mei yngong fan 1 novimber 2014 jildt as kwalifisearre mearderheid in mearderheid fan op syn minst 55% fan de leden fan de Ried, besteande út op syn minst fyftjin leden fan de Ried, en dy't lidsteaten fertsjintwurdigje mei mei-inoar op syn minst 65% fan de befolking fan de Uny.

In blokkearjende minderheid bestiet út op syn minst fjouwer leden fan de Ried; oars wurdt derfan útgien dat de kwalifisearre mearderheid fan stimmen helle is.

De oare bepalingen oangeande de beslútfoarming mei kwalifisearre mearderheid wurde fêststeld yn kêst 238, lid 2, fan it Ferdrach oangeande de wurking fan de Europeeske Uny.

5. De oergongsbepalingen oangeande de omskriuwing fan de kwalifisearre mearderheid dy't oant en mei 31 oktober 2014, respektivelik tusken 1 novimber 2014 en 31 maart 2017 jilde, wurde fêststeld yn it Protokol oangeande de oergongsbepalingen.

6. De Ried komt yn ferskillende formaasjes gear, de list derfan wurdt fêststeld neffens kêst 236 fan it Ferdrach oangeande de wurking fan de Europeeske Uny.

De Ried Algemene Saken soarget foar de gearhing fan it wurk fan de ferskillende Riedsformaasjes. De Ried Algemene Saken nedt de gearkomsten fan de Europeeske Ried ta en folget dy op yn kontakt mei de foarsitter fan de Europeeske Ried en mei de Kommisje.

De Ried Bûtenlânske Saken wurket it eksterne hanneljen fan de Uny út neffens de troch de Europeeske Ried fêststelde strategyske linen en soarget foar de gearhing yn it hanneljen fan de Uny.

7. In Komitee fan permanente fertsjintwurdigers fan de regearingen fan de lidsteaten is belêstige mei de tarieding fan it wurk fan de Ried.

8. De Ried leit oer en stimt yn in iepenbiere sitting oer in ûntwerp fan wetjouwingshanneling. Dêrta wurdt elke Riedssitting opdield yn twa parten, dy't respektivelik wijd wurde oan oerlis oer de wetjouwingshannelingen fan de Uny en oan net-wetjouwingsaktiviteiten.

9. It foarsitterskip fan de Riedsformaasjes, oars as dat fan Bûtenlânske Saken, wurdt neffens in rûlaasjesysteem op basis fan gelikensens útoefene troch de fertsjintwurdigers fan de lidsteaten yn de Ried, ûnder de betingsten sa't dy fêststeld binne neffens kêst 236 fan it Ferdrach oangeande de wurking fan de Europeeske Uny.

### *Kêst 17*

1. De Kommisje befoarderet it algemien belang fan de Uny en nimt dêrta passende inisjativen. Hy sjocht ta op it tapassen fan sawol de Ferdraggen as de maatregels dy't de ynstellingen út krêft fan dy Ferdraggen fêststelle. Under de kontrôle fan it Hof fan Justysje fan de Europeeske Uny sjocht er ta op it tapassen fan it rjocht fan de Uny. Hy fiert de begrutting út en beheart de programma's. Hy oefenet ûnder de yn de Ferdraggen bepaalde betingsten koördinearjende, útfierende en beheartaken út. Hy soarget foar de eksterne fertsjintwurdiging fan de Uny, útsein oangeande it mienskiplik bûtenlânsk belied en feilichheidsbelied en de oare yn de Ferdraggen bepaalde gefallen. De Kommisje nimt de inisjativen ta de jierlikse en mearjierrige programmearring fan de Uny om ynterynstitusjonele akkoarten ta stân te bringen.

2. Wetjouwingshannelingen fan de Uny kinne allinnich op útstel fan de Kommisje fêststeld wurde, of it moast wêze dat der yn de Ferdraggen wat oars bepaald is. Oare rjochtshannelingen wurde op útstel fan de Kommisje fêststeld yn dy gefallen dat de Ferdraggen dêryn foarsjogge.

### 3. De amtstermyn fan de Kommissje is fiifjier.

De leden fan de Kommissje wurde op grûn fan harren algemiene saakkundichheid en Europeeske ynset keazen út persoanen dy't alle garânsjes foar ûnôfhinklikheid biede.

De Kommissje oefenet syn ferantwurdlikheden yn folsleine ûnôfhinklikheid út. Mei behâld fan kêst 18, lid 2, freegje noch akseptearje de leden fan de Kommissje ynstruksjes fan likefolle hokker regear, ynstelling, orgaan of ynstânsje. Hja ûnthâlde harren fan elke hanneling dy't ûnferienichber is mei it karakter fan harren amt of mei de útfiering fan harren taak.

4. De Kommissje dy't beneamd is foar de perioade tusken de datum fan yngean fan it Ferdrach fan Lissabon en 31 oktober 2014, bestiet út ien steatsboarger fan elke lidsteat, dêrby ynbegrepen de foarsitter fan de Kommissje en de hege fertsjintwurdiger fan de Uny foar bûtenlânske saken en feilichheidsbelied, dy't ien fan de vice-foarsitters fan de Kommissje is.

5. Fan 1 novimber 2014 ôf bestiet de Kommissje út in oantal leden, dêrby ynbegrepen de foarsitter fan de Kommissje en de hege fertsjintwurdiger fan de Uny foar bûtenlânske saken en feilichheidsbelied, dat oerienkomt mei twa treddepart fan it oantal lidsteaten, of it moast wêze om dat de Europeeske Ried mei ienriedigens fan stimmen beslút om dat oantal te feroarjen.

De leden fan de Kommissje wurde keazen út de steatsboargers fan de lidsteaten neffens in rûlaasjesysteem basearre op folsleine gelikensens tusken de lidsteaten dat it mooglik makket om it demografyske en geografyske ferskaat fan alle lidsteaten te wjerspegeljen. Dat systeem wurdt troch de Europeeske Ried mei ienriedigens fan stimmen fêststeld neffens kêst 244 fan it Ferdrach oangeande de wurking fan de Europeeske Uny.

### 6. De foarsitter fan de Kommissje:

- a) stelt de rjochtsnoeren fêst dy't de de Kommissje yn acht nimt by it útfieren fan syn taak;
- b) beslút oer de ynterne organisaasje fan de Kommissje en garandearret sadwaande de gearhing, de effektiviteit en it kollegiale karakter fan syn hanneljen;
- c) beneamt vice-foarsitters, útsein de hege fertsjintwurdiger fan de Uny foar bûtenlânske saken en feilichheidsbelied, út de leden fan de Kommissje.

In lid fan de Kommissje nimt ûntslach as de foarsitter him dêrom freget. De hege fertsjintwurdiger fan de Uny foar bûtenlânske saken en feilichheidsbelied nimt ûntslach neffens de prosedueren fan kêst 18, lid 1, as de foarsitter him dêrom freget.

7. Rekken hâldend mei de ferkiezingen foar it Europeesk Parlemint en nei passend neplachtsjen, draacht de Europeeske Ried mei kwalifisearre mearderheid fan stimmen by it Europeesk Parlemint in kandidaat foar it amt fan foarsitter fan de Kommissje foar. Dy kandidaat wurdt troch it Parlemint by mearderheid fan syn leden keazen. As de kandidaat by de stemming gjin mearderheid helle, draacht de Europeeske Ried mei kwalifisearre mearderheid fan stimmen binnen in moanne in nije kandidaat foar, dy't neffens deselde prosedueren troch it Parlemint keazen wurdt.

De Ried stelt yn miene oerienstimming mei de keazen foarsitter de list gear fan de oare persoanen dy't er foarslacht om ta lid fan de Kommisje te beneamen. Hja wurde keazen op basis fan de foardrachten fan de lidsteaten, neffens de yn lid 3, twadde alinea en lid 5, twadde alinea, bepaalde kritearia.

De foarsitter, de hege fertsjintwurdiger fan de Uny foar bûtenlânske saken en feilichheidsbelied en de oare leden fan de Kommisje binne as kolleezje ôfhinklik fan goedkarring troch in stemming yn it Europeesk Parlemint. Op basis fan dy goedkarring wurdt de Kommisje troch de Europeeske Ried mei kwalifisearre mearderheid fan stimmen beneamd.

8. De Kommisje leit as kolleezje ferantwurdig ôf oan it Europeesk Parlemint. It Europeesk Parlemint kin neffens kêst 234 fan it Ferdrach oangeande de wurking fan de Europeeske Uny in moasje fan wantrouwen tsjin de Kommisje oannimme. As sa'n moasje oannommen wurdt, moatte de leden fan de Kommisje kollektyf ûntslach nimme en moat de hege fertsjintwurdiger fan de Uny foar bûtenlânske saken en feilichheidsbelied syn funksje yn de Kommisje ek oerjaan.

#### *Kêst 18*

1. De Europeeske Ried beneamt mei ynstimming fan de foarsitter fan de Kommisje mei kwalifisearre mearderheid fan stimmen de hege fertsjintwurdiger fan de Uny foar bûtenlânske saken en feilichheidsbelied. De Europeeske Ried kin syn mandaat neffens deselde prosedueren beëinige.

2. De hege fertsjintwurdiger fiert it mienskiplik bûtenlânsk belied en feilichheidsbelied fan de Uny. Hy draacht mei syn útstellen by ta it útwurkjen fan dat belied, dat er as mandataris fan de Ried útfiert. Hy hannellet krekt sa oangeande it mienskiplik feilichheids- en definisjebelied.

3. De hege fertsjintwurdiger sit de Ried Bûtenlânske Saken foar.

4. De hege fertsjintwurdiger is ien fan de vice-foarsitters fan de Kommisje. Hy sjocht ta op de gearhing fan it eksterne hanneljen fan de Uny. Binnen de Kommisje is er belêstige mei de taken fan de Kommisje op it mêd fan de eksterne betrekkingen en mei de koördinaasje fan de oare aspekten fan it eksterne hanneljen fan de Uny. By it útoefenjen fan dy taken yn de Kommisje, en allinnich binnen it bestek dêrfan, jilde foar de hege fertsjintwurdiger de prosedueres foar de wurking fan de Kommisje, foarsafer't dat ferienichber is mei de liden 2 en 3.

#### *Kêst 19*

1. It Hof fan Justysje fan de Europeeske Uny omfettet it Hof fan Justysje, it Gerjocht en spesjalisearre rjochtbanken. It stiet noed foar it eerbiedigjen fan it rjocht by it útlizzen en tapassen fan de Ferdraggen.

De lidsteaten foarsjogge yn de nedige rjochtsmiddels om echte rjochtsbeskerming te garandearjen op dy mêden dy't ûnder it rjocht fan de Uny falle.

2. It Hof fan Justysje bestiet út ien rjochter út elke lidsteat. It wurdt bystien troch advokaten-

generaal.

It Gerjocht hat op syn minst ien rjochter de lidsteat.

De rjochters en de advokaten-generaal fan it Hof fan Justysje en de rjochters fan it Gerjocht wurde keazen út persoanen dy't alle garânsjes foar ûnôfhinklikheid biede en fol dogge oan de betingsten neamd yn de kâsten 253 en 254 fan it Ferdrach oangeande de wurking fan de Europeeske Uny. Hja wurde yn miene oerienstimming troch de regearingen fan de lidsteaten foar seis jier beneamd. De ôfgeande rjochters en advokaten-generaal kinne op 'en nij beneamd wurde.

3. It Hof fan Justysje fan de Europeeske Uny docht útspraak neffens de Ferdraggen:

- a) oangeande in berop dat troch in lidsteat, in ynstelling of in natuerlike persoan of rjochtspersoan ynsteld wurdt;
- b) op fersyk fan de nasjonale rjochterlike ynstânsjes by wize fan prejudisjele beslissing oer de útlis fan it rjocht fan de Uny en oer de jildichheid fan de troch de ynstellingen fêststelde rjochtshannelingen;
- c) yn de oare gefallen, dy't yn de Ferdraggen neamd wurde.

#### TITEL IV

### BEPALINGEN OANGEANDE DE HECHTERE GEARWURKING

#### *Kêst 20*

(âlde kâsten 27A o/m 27E, 40 o/m 40B en 43 o/m 45, FEU, en âlde kâsten 11 en 11A, FEM)

1. De lidsteaten dy't ûnderinoar in hechtere gearwurking oangean wolle yn it ramt fan de net-eksklusive foegen fan de Uny, kinne gebrûk meitsje fan de ynstellingen fan de Uny en dy foegen útoefenje op grûn fan de dêrfoar jildende bepalingen fan de Ferdraggen, binnen de grinzen fan en neffens itjinge dat bepaald is yn dit kâst en yn de kâsten 326 oant en mei 334 fan it Ferdrach oangeande de wurking fan de Europeeske Uny.

Doel fan sa'n hechtere gearwurking is it befoarderjen fan it ferwêzentlikjen fan de doelstellingen fan de Uny, it beskermjen fan syn belangen en it fersterkjen fan syn yntegraasje proses. Hechtere gearwurking stiet altyd iepen foar alle lidsteaten, neffens kâst 328 fan it Ferdrach oangeande de wurking fan de Europeeske Uny.

2. It beslút ynhâldende machtiging om hechtere gearwurking oan te gean wurdt yn lêste ynstânsje fêststeld troch de Ried, wannear't dy konstatearret dat de mei de hechtere gearwurking neistribbe doelstellingen net yn in ridlike termyn troch de Uny yn syn gehiel ferwêzentlike wurde kinne en mitsdat op syn minst njoggen lidsteaten oan de hechtere gearwurking dielnimme. De Ried beslút neffens de yn kâst 329 fan it Ferdrach oangeande de wurking fan de Europeeske Uny bepaalde prosedueren.

3. Alle leden fan de Ried kinne dielnimme oan it berie fan de Ried, lykwols allinnich de leden fan



de Ried dy't de oan in hechtere gearwurking dielnimmende lidsteaten fertsjintwurdigje, nimme diel oan de stemming. De stimproseduere wurdt fêststeld yn kêst 330 fan it Ferdrach oangeande de wurking fan de Europeeske Uny.

4. De yn it ramt fan in hechtere gearwurking fêststelde rjochtshannelingen binne allinnich binend foar de lidsteaten dy't oan de hechtere gearwurking dielnimme. Hja wurde net beskôge as in *acquis* dat troch de kandi daat-lidsteaten fan de Uny akseptearre wurde moat.

## TITEL V

### ALGEMIENE BEPALINGEN OANGEANDE IT EKSTERN HANNELJEN FAN DE UNY EN SPESIFIKE BEPALINGEN OANGEANDE IT MIENSKIPLIK BÛTENLÂNSK BELIED EN FEILICHHEIDSBELIED

#### HAADSTIK 1

#### ALGEMIENE BEPALINGEN OANGEANDE IT EKSTERN HANNELJEN FAN DE UNY

##### *Kêst 21*

1. De Uny lit him yn syn ynternasjonaal hanneljen liede troch de begjinsels dy't de grûnslach foarme hawwe foar syn eigen ûntstean, ûntjouwring en útwreiding en dy't er besiket te befoarden yn de rest fan de wrâld: demokrasy, rjochtssteat, de universele jildichheid en ûndielberheid fan de minskerjochten en fûnemintele frijheden, it eerbiedigjen fan de minsklike waardichheid, de begjinsels fan gelikensens en solidariteit, en ek it neilibjen fan de begjinsels fan it Hânfêst fan de Feriene Naasjes en it ynternasjonaal rjocht.

De Uny strjebet dernei om betrekkingen te ûntwikkeljen en partnerskippen oan te gean mei tredde lannen en ek mei regionale of mondiale ynternasjonale organisaasjes dy't de yn de earste alinea neamde begjinsels dielje. Hy befoarderet multilaterale oplossingen foar mienskiplike problemen, benammen yn it ramt fan de Feriene Naasjes.

2. De Uny bepaalt it mienskiplik belied en hanneljen, fiert dat út en set him yn foar in fiergeande foarm fan gearwurking op alle mêden fan de ynternasjonale ferhâldingen, mei as doel:

- a) it beskermjen fan syn wearden en fûnemintele belangen, en ek fan syn feilichheid, ûnôfhinklikheid en yntegriteit;
- b) it konsolidearjen en fuortsterkjen fan demokrasy, rjochtssteat, minskerjochten en de begjinsels fan it ynternasjonaal rjocht;
- c) it hanthavenjen fan de frede, it tebârenkommen fan konflikten en it fersterkjen fan de ynternasjonale feilichheid neffens de doelstellingen en begjinsels fan it Hânfêst fan de Feriene Naasjes, en ek neffens de begjinsels fan de Slotakte fan Helsinki en de doelstellingen fan it Hânfêst fan Parys, dêrby ynbegrepen de doelstellingen oangeande de

bûtengrinzen;

- d) it stypjen fan de duorsume ûntjouwring fan de ûntwikkelingslannen op ekonomysk en sosjaal mêd, en ek wat it miljeu oanbelanget, mei as foarnaamste doel it ferdriuwen fan de earmoed;
- e) it stimulearjen fan de yntegraasje fan alle lannen yn de wrâldekonomy, ûnder oaren troch it njonkelytsen út 'e wei romjen fan behinderingen foar de ynternasjonale hannel;
- f) it leverjen fan in bydrage oan it útwurkjen fan ynternasjonale maatregels om de kwaliteit fan it miljeu en it duorsum behear fan de mondiale natuerlike rykdommen te beskermjen en te ferbetterjen, om in duorsume ûntjouwring te garandearjen;
- g) it jaan fan help oan folken, lannen en regio's dy't te krijen hawwe mei natuerrampen of mei rampen dy't troch minsken feroarsake binne; en
- h) it befoarderjen fan in ynternasjonaal bestel dat basearre is op sterkere multilaterale gearwurking en goed mondiaal bestjoer.

3. By de útwurking en útfiering fan de ûnderskate ûnderdielen fan it ekstem hanneljen fan de Uny dy't falle ûnder dizze Titel en ûnder it Fyfde Diel fan it Ferdrach oangeande de wurking fan de Europeeske Uny, earbiediget de Uny de yn de lidden 1 en 2 neamde begjinsels en stribbet de yn dy lidden neamde doelstellingen nei; soks jildt ek foar it fierdere belied fan de Uny foarsafiert it giet om de eksterne aspekten dêrfan.

De Uny sjocht ta op de gearhing tusken de ûnderskate ûnderdielen fan syn ekstem hanneljen en ek tusken dy ûnderdielen en it fierdere belied fan de Uny. De Ried en de Kommisje, dêryn bystien troch de hege fertsjintwurdiger fan de Uny foar bûtenlânske saken en feilichheidsbelied, steane noed foar dy gearhing en wurkje mei dat doel gear.

#### *Kêst 22*

1. De Europeeske Ried stelt de strategyske belangen en doelstellingen fan de Uny fêst op basis fan de yn kêst 21 neamde begjinsels en doelstellingen.

De besluten fan de Europeeske Ried oangeande de strategyske belangen en doelstellingen fan de Uny reitsje sawol it mienskiplik bûtenlânsk belied en feilichheidsbelied as oare ûnderdielen fan it ekstem hanneljen fan de Uny. Dy besluten kinne ek de betrekkingen fan de Uny mei in spesifyk lân of in spesifike regio oanbelangje, of in bepaald tema as ûnderwerp hawwe. Yn de besluten wurde de jildichheidsdoer derfan bepaald, en ek de middels dy't troch de Uny en de lidsteaten beskikber steld wurde.

De Europeeske Ried beslút mei iennedigens fan stimmen op oanbefelling fan de Ried, hokker oanbefelling oft troch de Ried fêststeld wurdt neffens de regelingen dy't foar it oanbelangjende ûnderdiel fan belied fêstlein binne. De besluten fan de Europeeske Ried wurde útfierd neffens de yn de Ferdragen fêstleine prosedueres.

2. De hege fertsjintwurdiger fan de Uny foar bûtenlânske saken en feilichheidsbelied en de Kommisje kinne, at it giet om it mienskiplik bûtenlânsk belied en feilichheidsbelied respektivelik de oare ûnderdielen fan it ekstern hanneljen fan de Uny, mienskiplik útstellen yntsjinje by de Ried.

## HAADSTIK 2

### SPESIFIKE BEPALINGEN OANGEANDE IT MIENSKIPLIK BÛTENLÂNSK BELIED EN FEILICHHEIDSBELIED

#### OFDIELING 1

#### MIENSKIPLIKE BEPALINGEN

##### *Kêst 23*

It ynternasjonaal hanneljen fan de Uny yn it ramt fan dit Haadstik berêst op de begjinsels, is rjochte op de doelstellingen, en wurdt útfierd neffens de algemene bepalingen dy't neamd binne yn Haadstik 1.

##### *Kêst 24* (âld kêst 11 FEU)

1. It foech fan de Uny oangeande it mienskiplik bûtenlânsk belied en feilichheidsbelied omfiemet alle ûnderdielen fan it bûtenlânsk belied en alle fraachstikken dy't ferbân hâlde mei de feilichheid fan de Uny, dêrby ynbegrepen it njonkelytsen fêststellen fan in mienskiplik definsjebelied dat liede kin ta in mienskiplike definsje.

Foar it mienskiplik bûtenlânsk belied en feilichheidsbelied jil de spesifike regels en prosedueres. It wurdt bepaald en útfierd troch de Europeeske Ried en troch de Ried, dy't beslute mei inriedigens fan stimmen, of it moast wêze dat der yn de Ferdragen wat oars bepaald wurdt. It fêststellen fan wetjouwingshannelingen is útsletten. It mienskiplik bûtenlânsk belied en feilichheidsbelied wurdt útfierd troch de hege fertsjintwurdiger fan de Uny foar bûtenlânske saken en feilichheidsbelied en troch de lidsteaten, yn oerienstimming mei de Ferdragen. De spesifike rol fan it Europeesk Parlemint en fan de Kommisje op dat mêd wurdt bepaald yn de Ferdragen. It Hof fan Justysje fan de Europeeske Uny hat oangeande dy bepalingen gjin foech, útsein it foech om tafersjoch te hâlden op it neilibjen fan kêst 40 fan dit Ferdrach en om de wettichheid fan guon besluten nei te gean, lykas bepaald yn kêst 275, twadde alinea, fan it Ferdrach oangeande de wurking fan de Europeeske Uny.

2. Yn it ramt fan de begjinsels en de doelstellingen fan it ekstern hanneljen, bepaalt en fiert de Uny in mienskiplik bûtenlânsk belied en feilichheidsbelied dat berêst op de ûntjouwing fan de wjersidige politike solidariteit fan de lidsteaten, it fêststellen fan oangelegenheden fan algemien belang en it ta stân bringen fan in hieltyd gruttere konverginsje yn it hanneljen fan de lidsteaten.

3. De lidsteaten jouwe yn in geast fan loyaliteit en wjersidige solidariteit harren stipe, dy't aktyf en sûnder betingsten is, oan it bûtenlânsk belied en feilichheidsbelied fan de Uny en earbidigje it hanneljen fan de Uny op dat mêd.

De lidsteaten wurkje gear om harren wjersidige politike solidantiteit te fersterkjen en te ûntwikkeljen. Hja ûnthâlde harren fan elk hanneljen dat yn striid is mei de belangen fan de Uny of dat de effektiviteit derfan as bondeljende krêft yn de ynternasjonale ferhâldingen ferminderjkin.

De Ried en de hege fertsjintwurdiger sjogge ta op it yn acht nimmen fan dy begjinsels.

*Kêst 25*  
(âld kêst 12 FEU)

De Uny fiert it mienskiplik bûtenlânsk belied en feilichheidsbelied út troch:

- a) de algemiene rjochtsnoeren fêst te stellen;
- b) besluten fêst te stellen ta bepaling fan:
  - i) it troch de Uny út te fieren hanneljen;
  - ii) de troch de Uny yn te nimmen stânpunten;
  - iii) de wize fan útfiering fan de ûnder de punten i) en ii) neamde besluten;en
- c) de systematyske gearwurking tusken de lidsteaten oangeande de beliedsfiering te fersterkjen.

*Kêst 26*  
(âld kêst 13 FEU)

1. De Europeeske Ried bepaalt wat de strategyske belangen fan de Uny binne en stelt de begjinsels fan en algemiene rjochtsnoeren foar it mienskiplik bûtenlânsk belied en feilichheidsbelied fêst, ûnder oaren foar oangelegenheden mei gefolgen op it mêd fan definsje. Hy nimt de nedige besluten.

As in ynternasjonale ûntjouwing soks easket, wurdt de Europeeske Ried troch syn foarsitter yn bûtengewoane gearkomsten gearroppen, om de strategyske beliedslinen fan de Uny oangeande dy ûntwikkeling fêst te stellen.

2. Op basis fan de algemiene rjochtsnoeren en strategyske beliedslinen fan de Europeeske Ried, wurket de Ried it mienskiplik bûtenlânsk belied en feilichheidsbelied út en nimt er de nedige besluten foar it fêststellen en úthieren fan dat belied.

De Ried en de hege fertsjintwurdiger fan de Uny foar bûtenlânske saken en feilichheidsbelied sjogge ta op de ienheid, de gearhing en de effektiviteit fan it hanneljen fan Uny.

3. It mienskiplik bûtenlânsk belied en feilichheidsbelied wurdt útfierd troch de hege fertsjintwurdiger en de lidsteaten, dy't dêrta gebrûk meitsje fan de nasjonale middels en dy fan de Uny.

#### *Kêst 27*

1. De hege fertsjintwurdiger fan de Uny foar bûtenlânske saken en feilichheidsbelied, dy't de Ried Bûtenlânske Saken foarsat, draacht troch syn útstellen by ta de útwurking fan it mienskiplik bûtenlânsk belied en feilichheidsbelied en stiet noed foar de útfiering fan de besluten fan de Europeeske Ried en fan de Ried.

2. De hege fertsjintwurdiger fertsjintwurdiget de Uny yn oangelegenheden dy't ûnder it mienskiplik bûtenlânsk belied en feilichheidsbelied falle. Hy fiert út namme fan de Uny de politike dialooch mei treden en bringt yn ynternasjonale organisaasjes en op ynternasjonale konferinsjes it stânpunt fan de Uny ûnder wurden.

3. By it útoefnen fan syn amt wurdt de hege fertsjintwurdiger bystien troch in Europeeske tsjinst foar ekstern hanneljen. Dy tsjinst wurket gear mei de diplomatike tsjinsten fan de lidsteaten en is gearstald út amtners út de foechhawwende tsjinsten fan it sekretariaat-generaal fan de Ried, fan de Kommisje en út personielsleden dy't troch de nasjonale diplomatike tsjinsten detasjearre binne. De ynrjochting en de wurking fan de Europeeske tsjinst foar ekstern hanneljen wurde fêststeld troch in beslút fan de Ried. De Ried beslút op útstel fan de hege fertsjintwurdiger, nei rieplachtsjen fan it Europeesk Parlemint en nei de ynstimming fan de Kommisje.

#### *Kêst 28* (âld kêst 14 FEU)

1. Wannear't in ynternasjonale situaasje in operasjoneel hanneljen fan de Uny easket, nimt de Ried de nedige besluten. Yn dy besluten wurde de doelen en omfang, de middels dy't de Uny ta syn foldwaan krije moat en, as it nedich is, de tiidder en de betingsten foar it útfieren fan dat hanneljen omskreaun.

As him in feroaring fan omstannichheden foardocht mei in dúdlike ynfloed op in fraachstik dat it foarwerp is fan sa'n beslút, besjocht de Ried de begjinsels en de doelstellingen fan dat beslút op 'en nij en nimt er de needsaaklike besluten.

2. In yn lid 1 neamd beslút bynt de lidsteaten by it ynnimmen fan stânpunten en by harren fierder hanneljen.

3. Hieltyd wannear't op grûn fan in beslút yn de sin fan lid 1 in nasjonale stânpuntbepaling of in nasjonaal hanneljen yn berie nommen wurdt, wurdt dêrfan troch de oanbelangjende lidsteat op sa'n tiidstip kundskap dien dat, as soks nedich is, oerlis yn 't foar binnen de Ried mooglik is. De ferplichting ta meidieling yn 't foar jildt net foar maatregels dy't allinnich mar de nasjonale omsetting fan de besluten fan de Ried ynhâlde.

4. Yn gefallen dat it op grûn fan feroaringen yn de situaasje persoanst nedich is, wylst der gjin oanpassing fan it beslút fan de Ried lykas neamd yn lid 1 foarleit, kinne de lidsteaten rêd en flotwei de needsaaklike maatregels nimme, dêrby rekken hâldend mei de algemiene doelstellingen fan dat beslút. De oanbelangjende lidsteat bringt de Ried fuortendaliks fan soksoartige maatregels op 'e hichte.

5. Yn it gefal fan grutte swierrichheden by it útfieren fan in yn dit kêst neamd beslút, leit in lidsteat dy foar oan de Ried, dyt dêr oerlis oer hat en passende oplossingen siket. Dy meie net stridich wêze mei de doelstellingen fan it yn lid 1 neamde beslút noch de effektiviteit derfan ferminderje.

*Kêst 29*  
(âld kêst 15 FEU)

De Ried stelt besluten fêst dêr't de oanpak fan de Uny yn bepaald wurdt oangeande in bepaalde oangelegenheid fan geografysk of tematysk aard. De lidsteaten steane der noed foar dat harren nasjonaal belied mei de stânpunten fan de Uny oerienstimt.

*Kêst 30*  
(âld kêst 22 FEU)

1. Elke lidsteat, de hege fertsjintwurdiger fan de Uny foar bûtenlânske saken en feilichheidsbelied, of de hege fertsjintwurdiger mei stipe fan de Kommisje, kin elk fraachstik oangeande it mienskiplik bûtenlânsk belied of feilichheidsbelied oan de Ried foarlizze en by de Ried inisjatyven foarlizze respektivelik útstellen dwaan.

2. Yn de gefallen dat rêd en flotwei beslútfoarming needsaaklik is, ropt de hege fertsjintwurdiger, itsij op eigen manneboet, itsij op fersyk fan in lidsteat binnen achtfjirtich oeren of, yn it gefal fan absolute needsaak, op koartere termyn in bûtengewoane sitting fan de Ried byinoar.

*Kêst 31*  
(âld kêst 23 FEU)

1. Yn it ramt fan dit Haadstik wurde besluten troch de Europeeske Ried en de Ried mei ienriedigens fan stimmen nommen, of it moast wêze dat der yn dit Haadstik wat oars bepaald is. Wetjouwingshannelingen kinne net fêststeld wurde.

As in lid fan de Ried him fan stemming ûnthâldt, kin dat lid syn ûnthâlding taljochtsje troch op grûn fan dizze alinea in formele ferklearring ôfte lizzen. Yn dat gefal is it lid net ferplichte en pas it beslút ta, mar akseptearret it wol dat it beslút de Uny bynt. Yn in geast fan wjersidige solidariteit ûnthâldt de oanbelangjende lidsteat him fan elk hanneljen dat it hanneljen fan de Uny út krêft fan it neamde beslút tsjinwurkje of behinderje kinne soe, en earbiedigje de oare lidsteaten dat stânpunt. As de leden fan de Ried dyt harren ûnthâlding op dy wize taljochtsje, op syn minst ien treddepart fan de lidsteaten fertsjintwurdigje en de totale befolking fan de troch harren fertsjintwurdigje lidsteaten op syn minst ien treddepart fan de totale befolking fan de Uny útmakket, wurdt it beslút net fêststeld.

2. Yn ôfwiking fan lid 1 beslút de Ried mei kwalifisearre mearderheid fan stimmen:

- wannear't er in beslút fêststelt dat in ynset of in stânpunt fan de Uny bepaalt op grûn fan in beslút fan de Europeeske Ried oangeande de strategyske belangen en doelstellingen fan de Uny yn de sin fan kêst 22, lid 1;
- wannear't er in beslút fêststelt dat in ynset of in stânpunt fan de Uny bepaalt, op útstel fan de hege fertsjintwurdiger fan de Uny foar bûtenlânske saken en feilichheidsbelied, dat foarlein wurdt nei oanlieding fan in spesifyk fersyk dat de Europeeske Ried op eigen manneboet of op inisjatyf fan de hege fertsjintwurdiger oan him rjochte hat;
- by it oannimmen fan in beslút dêr't in beslút mei útfierd wurdt dat in ynset of in stânpunt fan de Uny bepaalt;
- by it beneamen fan in spesjale fertsjintwurdiger neffens kêst 33.

As in lid fan de Ried ferklearret om litale, neier neamde, redenen fan nasjonaal belied it foarnimmen te hawwen om him te fersetten tsjin it oannimmen fan in beslút dat mei kwalifisearre mearderheid fan stimmen oannommen wurde moat, wurdt net stimd. De hege fertsjintwurdiger besiket om yn nau oerlis mei de oanbelangjende lidsteat ta in akseptabele oplossing te kommen. As dat gjin fertuten docht, kin de Ried mei kwalifisearre mearderheid fan stimmen easkje dat de oangelegenheid foarlein wurdt oan de Europeeske Ried, dy't mei ienriedigens fan stimmen in beslút fêststelt.

3. De Europeeske Ried kin mei ienriedigens fan stimmen troch in beslút bepale dat de Ried yn oare as de yn lid 2 neamde gefallen mei kwalifisearre mearderheid fan stimmen beslút.

4. De lidden 2 en 3 binne net fan tapassing op besluten dy't gefolgen hawwe op militêr mêd of op it mêd fan delinsje.

5. Foar proseduerewestjes nimt de Ried syn besluten mei folsleine mearderheid fan stimmen fan syn leden.

*Kêst 32*  
(âld kêst 16 FEU)

Tusken de lidsteaten wurdt oerlein yn de Europeeske Ried en yn de Ried oer alle oangelegenheden fan algemien belang op it mêd fan it bûtenlânsk belied en feilichheidsbelied, om in mienskiplike oanpak te bepalen. Eart in lidsteat ynternasjonaal hannellet of ferplichtingen oangiet dy't gefolgen hawwe kinne foar de belangen fan de Uny, leit er oer mei de oare lidsteaten yn de Europeeske Ried of yn de Ried. Troch harren hanneljen opinoar ôf te stimmen steane de lidsteaten der noed foar dat de Uny syn belangen en syn wearden op it ynternasjonale toaniel jilde litte kin. De lidsteaten binne ûnderinoar solidêr.

Wannear't de Europeeske Ried of de Ried in mienskiplike oanpak fan de Uny yn de sin fan de earste alinea bepaald hat, koördinearje de hege fertsjintwurdiger fan de Uny foar bûtenlânske

saken en feilichheidsbelied en de ministers fan Bûtenlânske Saken fan de lidsteaten harren aktiviteiten yn de Ried.

De diplomatike misjes fan de lidsteaten en de delegaasjes fan de Uny yn tredde lannen en by ynternasjonale organisaasjes wurkje gear en drage by ta it formulearjen en it úttieren fan de mienskiplike oanpak.

*Kêst 33*  
(âld kêst 18 FEU)

De Ried kin, op útstel fan de hege fertsjintwurdiger fan de Uny foar bûtenlânske saken en feilichheidsbelied, in spesjale fertsjintwurdiger mei in mandaat foar spesifike beliedsfrachstikken beneame. De spesjale fertsjintwurdiger fiert syn mandaat út ûnder it gesach fan de hege fertsjintwurdiger.

*Kêst 34*  
(âld kêst 19 FEU)

1. De lidsteaten koördinearje harren hanneljen yn ynternasjonale organisaasjes en op ynternasjonale konferinsjes. Hja ferdigenje yn dy foara de stânpunten fan de Uny. De hege fertsjintwurdiger fan de Uny foar bûtenlânske saken en feilichheidsbelied organisearret de koördinaasje.

Yn ynternasjonale organisaasjes en op ynternasjonale konferinsjes dêr't net alle lidsteaten oan dielnimme, ferdigenje de lidsteaten dy't wol dielnimme de stânpunten fan de Uny.

2. Neffens kêst 24, lid 3, hâlde de lidsteaten dy't fertsjintwurdige binne yn ynternasjonale organisaasjes of op ynternasjonale konferinsjes dêr't net alle lidsteaten fertsjintwurdige binne, de net fertsjintwurdige lidsteaten en de hege fertsjintwurdiger op 'e hichte fan alle oangelegenheden fan mienskiplik belang.

Lidsteaten dy't ek lid binne fan de Feilichheidsried fan de Feriene Naasjes hawwe ûnderinoar oerlis en hâlde de oare lidsteaten en de hege fertsjintwurdiger folslein op 'e hichte. Lidsteaten dy't lid binne fan de Feilichheidsried, ferdigenje by it útoelienjen fan harren funksje de stânpunten, mei behâld fan de ferantwurdlikheden dy't út krêft fan it Hânfêst fan de Feriene Naasjes op harren rêste.

Wannear't de Uny in stânpunt oer in tema op de aginda fan de Feilichheidsried fan de Feriene Naasjes bepaald hat, dogge de lidsteaten dy't dêr in sit yn hawwe, it fersyk dat de hege fertsjintwurdiger útnoege wurdt om it stânpunt fan de Uny nei foaren te bringen.

*Kêst 35*  
(âld kêst 20 FEU)

De diplomatike en konsulêre misjes fan de lidsteaten en de delegaasjes fan de Uny yn tredde lannen en op ynternasjonale konferinsjes, en ek harren fertsjintwurdiging by ynternasjonale organisaasjes hawwe ûnderinoar oerlis om der wis fan te wêzen dat út krêft fan dit Haadstik



fêststelde besluten dy't stânpunten en hanneljen fan de Uny bepale, yn acht nommen wurde en útfierd wurde.

Hja yntinsivearje de gearwurking troch ynljochtingen út te wikseljen en mei-inoar te evaluatearjen.

Hja drage by ta it útfieren fan it rjocht fan beskerming fan de boargers fan de Uny op it grûngebiet fan tredde lannen yn de sin fan kêst 20, lid 2, ûnder c) fan it Ferdrach oangeande de wurking fan de Europeeske Uny, en ek fan de neffens kêst 23 fan dat Ferdrach fêststelde maatregels.

*Kêst 36*  
(âld kêst 21 FEU)

De hege fertsjintwurdiger fan de Uny foar bûtenlânske saken en feilichheidsbelied rieplachtet it Europeesk Parlemint geregeldwei oer de foarnaamste aspekten en de finemintele karmoglikheden yn ferbân mei sawol it mienskiplik bûtenlânsk belied en feilichheidsbelied as it mienskiplik feilichheids- en definsjebelied en ynformearret it oer hoe't dat belied him ûntjout. Hy sjocht derop ta dat de opfettingen fan it Europeesk Parlemint goed yn acht nommen wurde. By it ynformearjen fan it Europeesk Parlemint kinne de spesjale fertsjintwurdigers ynskeakele wurde.

It Europeesk Parlemint kin fragen stelle of oanbefellingen dwaan yn de rjochting fan de Ried of de hege fertsjintwurdiger. Twa kear jiers is der in debat oer de foarútgong dy't der west hat by it útfieren fan it mienskiplik bûtenlânsk belied en feilichheidsbelied, dêrby ynbegrepen it mienskiplik feilichheids- en definsjebelied.

*Kêst 37*  
(âld kêst 24 FEU)

De Uny kin mei ien of mear steaten of ynternasjonale organisaasjes oerienkomsten slute op de mêden dy't ûnder dit Haadstik falle.

*Kêst 38*  
(âld kêst 25 FEU)

Mei behâld fan kêst 240 fan it Ferdrach oangeande de wurking fan de Europeeske Uny folget in komitee foar polityk en feilichheid de ynternasjonale situaasje op de mêden dy't ûnder it mienskiplik bûtenlânsk belied en feilichheidsbelied falle en draacht it by ta it bepalen fan it belied troch op fersyk fan de Ried of fan de hege fertsjintwurdiger fan de Uny foar bûtenlânske saken en feilichheidsbelied of op eigen manneboet advizen oan de Ried út te bringen. It komitee sjocht ek ta op it útfieren fan it oerienkommen belied, mei behâld fan de foegen fan de hege fertsjintwurdiger.

Yn it ramt fan dit Haadstik is it komitee foar polityk en feilichheid ûnder ferantwurdlikheid fan de Ried en fan de hege fertsjintwurdiger fan de Uny foar bûtenlânske saken en feilichheidsbelied belêstige mei de politike kontrôle en de strategyske lieding fan krisisbehearskingsoperaasjes yn de sin fan kêst 43. De Ried kin it Komitee foar it doel en de doer fan in knsisbehearskingsoperaasje, lykas bepaald troch de Ried, machtige om passende besluten te

nimmen oer de politike kontrôle en strategyske lieding fan de operaasje.

#### *Kêst 39*

Neffens kêst 16 fan it Ferdrach oangeande de wurking fan de Europeeske Uny en yn ôfwiking fan lid 2 dêrfan stelt de Ried in beslút fêst oangeande de foarskriften foar it beskermjen fan natuerlike persoanen op it mêd fan it ferwurkjen fan persoansgegevens troch lidsteaten, by it útoefenjen fan aktiviteiten dy't binnen it tapassingsgebiet fan dit Haadstik falle, en ek de foarskriften oangeande it frij ferkear fan dy gegevens. Op it neilibjen fan dy foarskriften wurdt tasjoen troch ûnôfhinklike autoriteiten.

#### *Kêst 40*

(âld kêst 47 FEU)

De útfiering fan it mienskiplik bûtenlânsk belied en feilichheidsbelied hat gjin gefolgen foar it tapassen fan de prosedueres en de respektive omfang fan de foegen fan de ynstellingen dêr't de Ferdraggen yn foarsjogge foar it útoefenjen fan de yn de kêsten 3 oant en mei 6 fan it Ferdrach oangeande de wurking fan de Europeeske Uny neamde foegen fan de Europeeske Uny.

Likern hat de úttiening fan de yn dy kêsten neamde beliedsûnderdielen gefolgen foar it tapassen fan de prosedueres en de respektive omfang fan de foegen fan de ynstellingen dêr't de Ferdraggen yn foarsjogge foar it útoefenjen fan de foegen fan de Uny op grûn fan dit Haadstik.

#### *Kêst 41*

(âld kêst 28 FEU)

1. De administrative útjeften dy't foar de ynstellingen folge út de úttiening fan dit Haadstik komme foar rekken fan de begrutting fan de Uny.

2. De beliedsútjeften dy't folge út de útfiering fan dit Haadstik komme ek foar rekken fan de begrutting fan de Uny, útsein wannear't it om beliedsútjeften giet dy't folge út operaasjes dy't gefolgen hawwe op militêr mêd of op it mêd fan definsje en yn de gefallen dat de Ried mei ienriedigens fan stimmen oars beslút.

Yn de gefallen dat de útjeften net foar rekken komme fan de begrutting fan de Uny, komme se foar rekken fan de lidsteaten neffens de bruto nasjonaal produktferdielkaai, of it moast wêze dat de Ried mei ienriedigens fan stimmen wat oars beslút. Lidsteaten fan wa't de fertsjintwurdiger yn de Ried in formele ferklearing op grûn fan kêst 31, lid 1, twadde alinea ôflein hat, binne net ferplichte by te dragen yn de finansiering fan útjeften dy't folge út operaasjes dy't gefolgen hawwe op militêr mêd of op it mêd fan definsje.

3. De Ried stelt troch in beslút bysûndere prosedueres fêst dy't garandearje dat de op de begrutting fan de Uny opfierte krediten foar de driuwende finansiering fan inisjativen yn it ramt fan it mienskiplik bûtenlânsk belied en feilichheidsbelied, benammen foar de tarieding fan de yn kêst 42, lid 1, en kêst 43 neamde misjes, gau beskikber komme. De Ried beslút nei rieplachtsjen fan it Europeesk Parlemint.

De tarieding fan de yn kêst 42, lid 1, en kêst 43 neamde misjes dy't foar rekken komme fan de begutting fan de Uny, wurdt finansiere út in startfûns, dat foarme is út bydragen fan de lidsteaten.

De Ried nimt, op útstel fan de hege fertsjintwurdiger fan de Uny foar bûtenlânske saken en feilichheidsbelied, mei kwalifisearre mearderheid de besluten oan oangeande:

- a) de ynstelling en foarming fan it startfûns, benammen oangeande de yn it fûns stoarte middels;
- b) it behear fan it startfûns;
- c) de finansjele kontrôle.

Wannear't in neffens kêst 42, lid 1, en kêst 43 foarnommen misje net foar rekken fan de begutting fan de Uny brocht wurde kin, machtiget de Ried de hege fertsjintwurdiger om dat fûns te brûken. De hege fertsjintwurdiger docht de Ried ferslach fan de útfiering fan dy opdracht.

## *OFDIELING 2*

### BEPALINGEN OANGEANDE IT MIENSKIPLIK FEILICHHEIDS- EN DEFINSJEBELIED

#### *Kêst 42* (âld kêst 17 FEU)

1. It mienskiplik feilichheids- en definsjebelied is in yntegraal diel fan it mienskiplik bûtenlânsk belied en feilichheidsbelied. It jout de Uny in operasjonele kapasiteit dy't gebrûk makket fan sivile en militêre middels. De Uny kin dêrop weromgrepe foar misjes bûten it grûngebiet fan de Uny mei it each op it hanthavenjen fan de frede, de previnsje fan konflikten en it fersterkjen fan de ynternasjonale feilichheid neffens de begjinsels fan it Hânfêst fan de Feriene Naasjes. De Uny fiert dy taken út mei help fan de kapasiteit dy't troch de lidsteaten beskikber steld is.

2. It mienskiplik feilichheids- en definsjebelied omfettet it njonkelytsen fêststellen fan in mienskiplik definsjebelied fan de Uny. Dat sil ta in mienskiplike definsje liede sadree't de Europeeske Ried mei iennedigens fan stimmen dêrta beslút. Yn dat gefal befellet de Europeeske Ried de lidsteaten oan om in dêrta tsjinjend beslút oan te nimmen neffens harren ûnderskate grûnwetlike bepalingen.

It belied fan de Uny yn de sin fan dizze Ofdieling lit it spesifike karakter fan it feilichheids- en definsjebelied fan bepaalde lidsteaten ûnteroare en earbiediget de út it Noard-Atlantysk Ferdrach folgjende ferplichtingen fan bepaalde lidsteaten; dy harren mienskiplike definsje kriegt stal yn de Noard-Atlantyske Ferdrachsorganisaasje (NAFO) en is te ferienigjen mei it mienskiplik feilichheids- en definsjebelied dat yn dat ramt fêststeld is.

3. Foar it útfieren fan it mienskiplik feilichheids- en definsjebelied stelle de lidsteaten de Uny sivile en militêre kapasiteit ta syn foldwaan, om sadwaande by te dragen oan it berikken fan de

troch de Ried fêststelde doelstellingen. Lidsteaten dy't mei-inoar multynasjonale troepemachten foarmje, kinne dy troepemachten ek beskikber stelle foar it mienskiplik feilichheids- en definsjebelied.

De lidsteaten ferbine harren derta om harren militêre kapasiteit njonkelytsen te ferbetterjen. It Agintskip op it mêd fan de ûntjouwing fan definsjekapasiteit, ûndersyk, oankeapen en bewapening (tenei "it Europeesk Definsje-agintskip") bepaalt it operasjonele ferlet, befoarderet maatregels om yn dat ferlet te foarsjen, draacht by ta it fêststellen en, yn it foarkommende gefal, ta de útfiering fan alle nuttige maatregels om de yndustriële en technologyske basis fan de definsjesektor te fersterkjen, nimt diel oan it bepalen fan in Europeesk belied oangeande kapasiteit en bewapening, en stiet de Ried by om de ferbettering fan de militêre kapasiteit te evaluearjen.

4. Besluten oangeande it mienskiplik feilichheids- en definsjebelied, dêrby ynbegrepen it neffens dit kêst opsetten fan in misje, wurde op útstel fan de hege fertsjintwurdiger fan de Uny foar bûtenlânske saken en feilichheidsbelied of op inisjatyf fan in lidsteat troch de Ried mei ienriedigens fan stimmen fêststeld. De hege fertsjintwurdiger kin, eventueel yn 'e mande mei de Kommissje, in útstel dwaan om gebrûk te meitsjen fan nasjonale middels en ek fan ynstruminten fan de Uny.

5. De Ried kin de útfiering fan in misje yn it ramt fan de Uny tabetrouwe oan in groep lidsteaten, om de wearden fan de Uny te beskermjen en syn belangen te tsjinjen. De útfiering fan sa'n misje falt ûnder de wurking fan kêst 44.

6. De lidsteaten dy't oan strangere kritearia foldogge wat de militêre kapasiteit oangiet en dy't datoangeande fierdergeande ferplichtingen oangien binne mei it each op de útfiering fan misjes dêr't de alderheechste easken oan steld wurde, stelle yn it ramt fan de Uny in permaninte strukturearre gearwurking yn. Dy gearwurking kriget syn beslach neffens kêst 46 en lit de bepalingen fan kêst 43 ûnferoare.

7. As in lidsteat op syn grûngebiet mei wapengeweld oanfallen wurdt, hawwe de oare lidsteaten de plicht om dy lidsteat mei alle middels dy't hja ta harren foldwaan hawwe help en bystân te jaan neffens kêst 51 fan it Hânfêst fan de Feriene Naasjes. Dat lit it spesifike karakter fan it feilichheids- en definsjebelied fan bepaalde lidsteaten ûnferoare.

De ferplichtingen en de gearwurking op dat mêd bliuwe yn oerienstimming mei de ferplichtingen dy't oangen binne yn it ramt fan de Noard-Atlantyske Ferdrachsorganisaasje en bliuwe foar de lidsteaten dy't der lid fan binne, de grûnslach en it ynstrumint fan harren kollektive definsje.

#### *Kêst 43*

1. De misjes yn de sin fan kêst 42, lid 1, dêr't de Uny sivile en militêre middels by ynsette kin, omfetsje mienskiplike ûntwapeningsaksjes, humanitêre misjes en rêdingsmisjes, advys en bystân op militêr mêd, konfliktprevinsje en fredeshanthavening, misjes fan stridkrêften mei it each op krisisbehearsking, dêrûnder begrepen fredestifting, en ek stabilisearingsoperaasjes nei ôfrin fan konflikten. Al dy taken kinne bydrage oan de striid tsjin it terrorisme, ûnder oaren ek troch tredde lannen te stypjen by it bestriden fan it terrorisme op harren grûngebiet.

2. De Ried regelet troch in beslút de misjes yn de sin fan lid 1 en stelt doel en omfang derfan fêst, en ek de dêrfoar jildende algemiene útfieringsfoarskriften. De hege fertsjintwurdiger fan de Uny foar bûtenlânske saken en feilichheidsbelied stiet, ûnder gesach fan de Ried en yn nau en oanhâldend kontakt mei it komitee foar polityk en feilichheid, noed foar de koördinaasje fan de sivile en militêre aspekten fan dy misjes.

#### *Kêst 44*

1. Yn it ramt fan de neffens kêst 43 fêststelde besluten kin de Ried de útfiering fan in misje tabetrouwe oan in groep lidsteaten dy't dat wolle en dy't de nedige kapasiteit foar sa'n misje ta harren foldwaan hawwe. De oanbelangjende lidsteaten regelje yn oerlis mei de hege fertsjintwurdiger fan de Uny foar bûtenlânske saken en feilichheidsbelied ûnderinoar de útfiering fan de misje.

2. De lidsteaten dy't oan de misje dielnimme, bringe de Ried geregeldwei op eigen manneboet of op fersyk fan in oare lidsteat op 'e hichte fan it ferrin fan de misje. De dielnimmende lidsteaten rjochtsje harren fuortendaliks ta de Ried as de útfiering fan de misje essinsjele gefolgen hat of in feroaring ferget fan doel, omfang of útfieringsbepalingen fan de misje, lykas fêststeld yn de yn lid 1 neamde besluten. Yn dy gefallen stelt de Ried de nedige besluten fêst.

#### *Kêst 45*

1. It yn kêst 42, lid 3, neamde Europeesk Definsje-agentskip, dat ûnder it gesach fan de Ried ressortearret, hat as taak om:

- a) by te dragen oan it bepalen fan de nei te stribjen militêre kapasiteit fan de lidsteaten en om it neikommen fan de troch de lidsteaten oangiene ferplichtingen oangeande kapasiteit te evaluearjen;
- b) ta te wurkjen op it harmonisearjen fan it operasjonele ferlet en it brûken fan oankeapmetoaden dy't doelmjittich en ûnderling net stridich binne;
- c) multylaterale projekten foar te slaan dy't rjochte binne op it ferwêzentlikjen fan de doelstellingen oangeande militêre kapasiteit, op it koördinearjen fan de troch de lidsteaten út te fieren programma's en op it behear fan gearwurkingsprogramma's;
- d) it ûndersyk oangeande definsjetechnology te stypjen, en ek om mienskiplike ûndersyksaktiviteiten nei en stúdzje fan technyske oplossingen dy't foldogge oan takomstich operasjoneel ferlet, te koördinearjen en te plannen;
- e) by te dragen oan it bepalen en, yn it foarkommende gefal, útfieren fan alle nuttige maatregels om de yndustriële en technologyske basis fan de definsjesektor te fersterkjen en de doelmjittichens fan de militêre útgelten te ferbetterjen.

2. It Europeesk Definsje-agentskip stiet iepen foar alle lidsteaten dy't dêr diel fan útmeitsje wolle. De Ried stelt mei kwalifisearre mearderheid in beslút fêst dêr't it Statút, de sit en de foarskriften

foar de wurking fan it Agentskip yn fêstlein wurde. Yn dat beslút wurdt rekken holden mei de omfang fan werklik dielnimmen oan de aktiviteiten fan it Agentskip. Binnen it Agentskip wurde spesifike groepen foarme fan lidsteaten dy't mienskiplike projekten útfiere. It Agentskip fiert syn taken, foarsafert dat nedich is, yn oerlis mei de Kommisje út.

#### *Kêst 46*

1. De lidsteaten dy't dielnimme wolle oan de permanente strukturearre gearwurking yn de sin fan kêst 42, lid 6, en dy't foldogge oan de kritearia en dy't ek de ferplichtingen oangeande militêre kapasiteit lykas neamd yn it Protokol oangeande permanente strukturearre gearwurking ûnderskriuwe, bringe de Ried en de hege fertsjintwurdiger fan de Uny foar bûtenlânske saken en feilichheidsbelied op 'e hichte fan harren foamimmen.

2. Binnen trije moanne nei de yn lid 1 neamde meidieling stelt de Ried in beslút fêst ta it ynstellen fan de permanente strukturearre gearwurking en ta it opstellen fan de list fan de dielnimmende lidsteaten. De Ried beslút mei kwalifisearre mearderheid fan stimmen, nei rieplachtsjen fan de hege fertsjintwurdiger.

3. Elke lidsteat dy't yn in letter stadium oan de permanente strukturearre gearwurking dielnimme wol, bringt de Ried en de hege fertsjintwurdiger fan syn foamimmen op 'e hichte.

De Ried stelt in beslút fêst dat de befêstiging ynhâldt fan it dielnimmen fan de oanbelangjende lidsteat dy't oan de kritearia foldocht en de ferplichtingen ûnderskriuwt neffens de kêsten 1 en 2 fan it Protokol oangeande permanente strukturearre gearwurking. De Ried beslút mei kwalifisearre mearderheid fan stimmen, nei rieplachtsjen fan de hege fertsjintwurdiger. Oan de stemming wurdt allinnich dielnommen troch de leden fan de Ried dy't de dielnimmende lidsteaten fertsjintwurdigje.

De kwalifisearre mearderheid wurdt fêststeld neffens kêst 238, lid 3, ûnder a) fan it Ferdrach oangeande de wurking fan de Europeeske Uny.

4. As in dielnimmende lidsteat net langer oan de kritearia foldocht of him net langer hâlde kin oan de ferplichtingen neffens de kêsten 1 en 2 fan it Protokol oangeande permanente strukturearre gearwurking, kin de Ried in beslút ta ûnderbrekking fan it dielnimmen fan dy lidsteat fêststelle.

De Ried beslút mei kwalifisearre mearderheid fan stimmen. Oan de stemming wurdt allinnich dielnommen troch de leden fan de Ried dy't de dielnimmende lidsteaten fertsjintwurdigje, útsein de lidsteat dy't it oangiet.

De kwalifisearre mearderheid wurdt bepaald neffens kêst 238, lid 3, ûnder a) fan it Ferdrach oangeande de wurking fan de Europeeske Uny.

5. As in dielnimmende lidsteat him weromlûke wol út de permanente strukturearre gearwurking, bringt er de Ried dêrfan op 'e hichte, dy't der kundskip fan nimt dat it dielnimmen fan de lidsteat yn kwestje ôfrint.

6. De besluten en oanbefellingen fan de Ried yn it ramt fan de permanente strukturearre gearwurking, oars as de besluten neamd yn de lidden 2 oant en mei 5, wurde mei iennedigen fan stimmen fêststeld. Foar it tapassen fan dit lid wurdt iennedigen fan stimmen foarme troch de stimmen fan inkeld en allinnich de fertsjintwurdigers fan de dielnimmende lidsteaten.

## TITEL VI

### SLOTBEPALINGEN

#### *Kêst 47*

De Uny besit rjochtspersoanlikheid.

#### *Kêst 48* (âld kêst 48 FEU)

1. De Ferdraggen kinne feroare wurde neffens in gewoane wizingsproseduere. Hja kinne ek feroare wurde neffens ferientâldige wizingsprosedueres.

#### *Gewoane wizingsproseduere*

2. It regear fan elke lidsteat, it Europeesk Parlemint of de Kommisje kin by de Ried útstellen ta it feroarjen fan de Ferdraggen yntsjinje. Dy útstellen kinne, ûnder oaren, as doel hawwe om de troch de Ferdraggen oan de Uny tadielde foegen út te wreidzjen of te beheinen. Dy útstellen wurde troch de Ried trochstjoerd oan de Europeeske Ried en de nasjonale parleminten wurde derfan op 'e hichte brocht.

3. Beslút de Europeeske Ried, nei rieplachtsjen fan it Europeesk Parlemint en fan de Kommisje, mei gewoane mearderheid fan stimmen om de op it aljemint brochte feroaringen yn behanneling te bringen, dan ropt de foarsitter fan de Europeeske Ried in Konvinsje besteande út fertsjintwurdigers fan de nasjonale parleminten, fan de steatshaden of regearingslieders fan de lidsteaten, fan it Europeesk Parlemint en fan de Kommisje gear. Yn it gefal fan ynstitusjonele feroaringen op monetêr mêd wurdt ek de Europeeske Sintrale Bank rieplachte. De Konvinsje behannelet de útstellen ta feroaring en nimt by konsensus in oanbefelling oan, dy't rjochte is oan in Konferinsje fan fertsjintwurdigers fan de regearingen fan de lidsteaten, lykas bepaald yn lid 4.

De Europeeske Ried kin mei gewoane mearderheid fan stimmen, nei goedkarring troch it Europeesk Parlemint, beslute om gjin Konvinsje gear te roppen as de omfang fan de útstelde feroaringen soks net rjochtfeardiget. Yn dat lêste gefal stelt de Europeeske Ried it mandaat fêst fan in Konferinsje fan fertsjintwurdigers fan de regearingen fan de lidsteaten.

4. In Konferinsje fan fertsjintwurdigers fan de regearingen fan de lidsteaten wurdt troch de foarsitter fan de Ried gearroppen, om yn miene oerienstimming de yn de Ferdraggen oan te bringen feroaringen fêst te stellen.

De feroaringen gean yn nei't se troch alle lidsteaten neffens harren ûnderskate grûnwetlike bepalingen ratifisearre binne.

5. As twa jier nei it ûndertekenjen fan in ferdrach ta feroaring fan de Ferdraggen fjouwer fyfdepart fan de lidsteaten dat ferdrach ratifisearre hat en ien of mear lidsteaten swierrichheden tsjinkommen binne yn ferbân mei de ratifikaasje, wurdt de kwestje trochferwisd nei de Europeeske Ried.

#### *Ferienfâldige wizigingsprosedueres*

6. It regear fan elke lidsteat, it Europeesk Parlemint of de Kommisje kin by de Europeeske Ried útstellen yn'tsjinje om alle of in part fan de bepalingen fan it Tredde Diel fan it Ferdrach oangeande de wurking fan de Europeeske Uny, dat giet oer it yntern belied en hanneljen fan de Uny, te feroarjen.

De Europeeske Ried kin in beslút nimme om alle of in part fan de bepalingen fan it Tredde Diel fan it Ferdrach oangeande de wurking fan de Europeeske Uny te feroarjen. De Europeeske Ried beslút mei iennedigens fan stimmen, nei in replachtsjen fan it Europeesk Parlemint en fan de Kommisje en ek, yn it gefal fan ynstitusjonele feroaringen op monetêr mêd, fan de Europeeske Sintrale Bank. Dat beslút giet earst yn nei't it troch de lidsteaten goedkard is neffens harren ûnderskate grûnwetlike bepalingen.

It yn de twadde alinea neamde beslút kin net liede ta in útwreiding fan de foegen dy't troch de Ferdraggen oan de Uny ta dield binne.

7. As it Ferdrach oangeande de wurking fan de Europeeske Uny of Titel V fan dit Ferdrach foarskriuwt dat de Ried op in bepaald mêd of yn in bepaald gefal mei iennedigens fan stimmen beslút, kin de Europeeske Ried troch in beslút bepale dat de Ried op dat mêd of yn dat gefal mei kwalifisearre mearderheid fan stimmen beslút. Dizze alinea is net fan tapassing op besluten dy't gefolgen hawwe op militêr mêd of op it mêd fan delinsje.

As it Ferdrach oangeande de wurking fan de Europeeske Uny foarskriuwt dat wetjouwingshannelingen troch de Ried neffens in bysûndere wetjouwingsproseduere fêststeld wurde, kin de Europeeske Ried troch in beslút bepale dat dy wetjouwingshannelingen neffens de gewoane wetjouwingsproseduere fêststeld wurde.

Elk mijsjatyf fan de Europeeske Ried op grûn fan de earste of de twadde alinea wurdt tastjoerd oan de nasjonale parleminten. As dêr binnen in termyn fan seis moanne nei it tastjoeren kapsje op makke wurdt troch in nasjonaal parlemint, is it yn de earste of de twadde alinea neamde beslút net fêststeld. As der gjin kapsje op makke wurdt, kin de Europeeske Ried dat beslút fêststelle.

Foar it fêststellen fan de yn de earste en de twadde alinea neamde besluten, beslút de Europeeske Ried mei iennedigens fan stimmen, nei goedkarring troch it Europeesk Parlemint, dat by mearderheid fan syn leden beslút.



*Kêst 49*  
(âld kêst 49 FEU)

Elke Europeeske steat dy't de yn kêst 2 neamde wearden earbiediget en him derta ferbynt om dy út te dragen, kin fersykje om lid te wurden fan de Uny. It Europeesk Parlemint en de nasjonale parleminten wurde op 'e hichte brocht fan dat fersyk. De steat dy't it fersyk docht, rjochtet dat oan de Ried; dy beslút mei iennedigens fan stimmen nei replachtsjen fan de Kommissje en nei goedkarring fan it Europeesk Parlemint, dat by mearderheid fan syn leden beslút. De kritearia foar it lidmaatskip, dy't troch de Europeeske Ried fêststeld binne, wurde yn acht nommen.

De betingsten foar talitting en de út dy talitting folgjende oanpassingen fan de Ferdraggen dêr't de Uny op basearre is, foarmje it ûnderwerp fan in oerienkomst tusken de lidsteaten en de steat dy't it fersyk yntsjunnet. Dy oerienkomst moat ratifisearre wurde troch alle oerienkomstslutende steaten neffens harren ûnderskate grûnwetlike bepalingen.

*Kêst 50*

1. Elke lidsteat kin yn oerienstimming mei syn grûnwetlike bepalingen beslute om him út de Uny werom te lûken.

2. De lidsteat dy't beslút om him werom te lûken, bringt de Europeeske Ried fan syn foarnimmen op 'e hichte. Op grûn fan de rjochtsnoeren fan de Europeeske Ried slút de Uny nei ûnderhannelingen mei dy steat in oerienkomst oer de betingsten fan syn weromlûken; dêrby wurdt rekken holden mei it ramt fan de takomstige ferhâldingen fan dy steat mei de Uny. Oer dy oerienkomst wurdt ûnderhannele neffens kêst 218, lid 3, fan it Ferdrach oangeande de wurking fan de Europeeske Uny. De oerienkomst wurdt út namme fan de Uny sletten troch de Ried, dy't mei kwalifisearre mearderheid fan stimmen beslút, nei goedkarring troch it Europeesk Parlemint.

3. De Ferdraggen binne net langer fan tapassing op de steat yn kwestje mei yngong fan de datum dat de oerienkomst oangeande it weromlûken yngiet of oars, by it ûntbrekken fan sa'n oerienkomst, nei ferrin fan twa jier nei de yn lid 2 neamde meidieling, of it moast wêze dat de Europeeske Ried mei ynstimming fan de oanbelangjende lidsteat mei iennedigens fan stimmen beslút ta in ferlinging fan dy termyn.

4. By de tapassing fan de lidden 2 en 3 nimt it lid fan de Europeeske Ried of fan de Ried dy't de him weromlûkende lidsteat fertsjintwurdiget, net diel oan de diskusjes fan de Europeeske Ried of fan de Ried noch oan de beslútfoarming dy't dy steat oanbelangje.

De kwalifisearre mearderheid wurdt fêststeld neffens kêst 238, lid 3, ûnder b) fan it Ferdrach oangeande de wurking fan de Europeeske Uny.

5. As in lidsteat dy't him út de Uny weromlutsen hat, op 'en nij om it lidmaatskip fersiket, is op dat fersyk de prosedure fan kêst 49 fan tapassing.

*Kêst 51*

De protokollen en taheakken by de Ferdraggen meitsje dêr yntegraal diel fan út.

*Kêst 52*

1. De Ferdraggen binne fan tapassing op it Keninkryk België, de Republyk Bulgarije, de Tsjechyske Republyk, it Keninkryk Denemarken, de Bûnsrepublyk Dútslân, de Republyk Estlân, de Helleenske Republyk, it Keninkryk Spanje, de Frânske Republyk, Ierlân, de Italiaanske Republyk, de Republyk Syprus, de Republyk Letlân, de Republyk Litouwen, it Gruthartochdom Lúksemboarch, de Republyk Hongarije, de Republyk Malta, it Keninkryk fan de Nederlannen, de Republyk Eastenryk, de Republyk Poalen, de Portugeeske Republyk, Roemenië, de Republyk Slovenië, de Slowaakske Republyk, de Republyk Finlân, it Keninkryk Sweden en it Feriene Keninkryk fan Grut-Britannië en Noard-Ierlân.

2. It territoriale tapassingsgebiet fan de Ferdraggen wurdt omskreaun yn kêst 355 fan it Ferdrach oangeande de wurking fan de Europeeske Uny.

*Kêst 53*

(âld kêst 51 FEU)

Dit Ferdrach jildt foar ûnbeheinde tiid.

*Kêst 54*

(âld kêst 52 FEU)

1. Dit Ferdrach sil troch de Hege Ferdrachslutende Partijen ratifisearre wurde neffens harren ûnderskate grûnwetlike bepalingen. De akten fan ratifikaasje sille dellein wurde by it regear fan de Italiaanske Republyk.

2. Dit Ferdrach giet yn op 1 jannewaris 1993, mitsdat alle akten fan ratifikaasje dellein binne, of by it ûntbrekken dêrfan op de earste dei fan de moanne dy't folget op it dellizzen fan de akte fan ratifikaasje troch de ûndertekjende steat dy't as lêste dy stap set.

*Kêst 55*

(âld kêst 53 FEU)

1. Dit Ferdrach, opsteld yn ien eksimplaar, yn de Bulgaarske, de Deenske, de Dútske, de Ingelske, de Estske, de Finske, de Frânske, de Grykske, de Hongaarske, de Ierske, de Italiaanske, de Letske, de Litouske, de Malteeske, de Nederlânske, de Poalske, de Portugeeske, de Roemeenske, de Sloveenske, de Slowaakske, de Spaanske, de Tsjechyske en de Sweedske taal, dêr't de teksten yn elk fan dy talen deselde jildichheid hawwe, wurdt dellein yn it argyf fan it regear fan de Italiaanske Republyk dy't in offisjeel bekrêftige ôfskrift tastjoert oan de regearingen fan de oare ûndertekjende steaten.

2. Dit Ferdrach kin ek oerset wurde yn elke oare taal dy't troch de lidsteaten keazen is, foarsaht't dy taal neffens it konstitusjonele bestel fan de oanbelangjende lidsteat jildt as offisjele taal op syn

folle ein grûngebiet of op in part dêrfan. De oanbelangjende lidsteat stelt in offisjeel bekrêftige ôfskriften fan dy oersettingen beskikber, dat dellen wurdt yn de argiven fan de Ried.

TA IN BEWIIS DÊRFAN hawwe de ûnderskreaune folmachten harren hantekeningen ûnder dit Ferdrach set.

Sa dien yn Maastricht, de sânde febrewaris njoggentjinhûndert twaennjoggentich.

*(list fan ûndertekeners net opnommen)*



**KONSOLIDEARRE FERZJE**  
**FAN**  
**IT FERDRACH OANGEANDE**  
**DE WURKING FAN DE EUROPEESKE UNY**



## PREÂMBULE

SYN MAJESTEIT DE KENING FAN DE BELGEN, DE PRESIDINT FAN DE BÛNSREPUBLYK DÛTSLÂN, DE PRESIDINT FAN DE FRÂNSKE REPUBLYK, DE PRESIDINT FAN DE ITALIAANSKE REPUBLYK, HAR KENINKLIKE HEECHHEID DE GRUTHARTOGINNE FAN LÛKSEMBOARCH, HAR MAJESTEIT DE KENINGINNE FAN DE NEDERLANNEN<sup>1</sup>.

MEI DE FÊSTE WILLE om de grûnslaggen te lizzen foar in hi eltyd hechter ferbûn tusken de Europeeske folken,

FÊST FAN DOEL om troch mienskiplik hanneljen de ekonomyske en sosjale foarútgong fan harren steaten te garandearjen en dêrta de barriêres dyt Europa ferdiele út 'e wei te romjen,

MEI IT FOARNIMMEN om, as wêzentlik doel fan harren striben, in oanhâldende ferbettering fan de omstannichheden dêr't harren folken ûnder libje en wurkje, te garandearjen,

DER FAN BEWUST dat it út 'e wei romjen fan de besteande tûkelteammen ienriedich hanneljen ferget om de oanhâldende ekonomyske groei, it lykwicht yn it hannelsterkear en earlike konkurrinsje te garandearjen,

YN IT STRIBJEN om de ienheid fan harren ekonomyen te fersterkjen en de harmoanyske ûntjouwing dêrfan te befoarderjen troch de ûngelikensens tusken de ûnderskate regio's en de efterstân fan de minder befoarrjochte gebieten te ferminderjen,

MEI DE WINSK om troch in mienskiplike hannelspolityk by te dragen oan it njonkelytsen út 'e wei romjen fan de beheiningen yn it yntemasjonale hannel sferkear,

MEI IT DOEL om de ferbûnens fan Europa mei de lannen oare kant de see te befêstigjen en mei de wansk om de ûntjouwing fan harren wolfeart te garandearjen, neffens de begjinsels fan it Hânfêst fan de Feriene Naasjes,

FÊST FAN DOEL om troch dy bondeling fan ekonomyske krêften de frede en frijheid te hanthavenjen en te fersterkjen, en mei de oprop oan de oare Europeeske folken dy't dat ideaal diele, om harren by dat striben oan te sluten,

FÊST FAN DOEL om it heechst mooglike kennisnivo foar harren folken te bestriben troch brede tagong ta ûnderwiis en troch de oanhâldende fermijing dêrfan,

---

<sup>1</sup> De Bulgaarske Republyk, de Tsjechyske Republyk, it Keninkryk Denemarken, de Republyk Estlân, de Helleenske Republyk, it Keninkryk Spanje, Ierlân, de Republyk Syprus, de Republyk Letlân, de Republyk Litouwen, de Republyk Hongarije, de Republyk Malta, de Republyk Eastenryk, de Republyk Poalen, de Portugeeske Republyk, Roemenië, de Republyk Slovenië, de Slowaakske Republyk, de Republyk Finlân, it Keninkryk Sweden en it Feriene Keninkryk fan Grut-Brittannië en Noard-Ierlân binne ûnderwilens lid wurden fan de Europeeske Uny.

HAWWE as harren folmachten OANWIISD:

*(list fan ûndertekeners net opnommen)*

DYT it iens wurden binne oer de neikommende bepalingen, nei oerlizzing fan harren folmachten dy't goed en nei behearren befûn binne.

## EARSTE DIELE

### DE BEGJINSELS

#### *Kêst 1*

1. Dit Ferdrach regelet de wurking fan de Uny en bepaalt de mêden, de ôfbeakering en de betingsten fan it útoefenjen fan syn foegen.
2. Dit Ferdrach en it Ferdrach oangeande de Europeeske Uny foarmje de Ferdraggen dêr't de Uny op grûndearre is. Dy beide Ferdraggen, dy't deselde juridyske wearde hawwe, wurde oantsjut mei de term "de Ferdraggen".

## TITEL I

### KATEGORYEN EN MÊDEN DÊR'T DE UNY FOECH HAT

#### *Kêst 2*

1. Yn de gefallen dat de Ferdraggen op in bepaald mêd in eksklusyf foech oan de Uny tadielje, kin inkeld en allinnich de Uny wetjaand hannelje en juridysk binende rjochtshannelingen fêststelle, en kinne de lidsteaten soks allinnich mar sels dwaan as hja dêrta troch de Uny machtige binne of mei it each op it útfieren fan rjochtshannelingen fan de Uny.
2. Yn de gefallen dat de Ferdraggen op in bepaald mêd in foech oan de Uny tadielje dy't er mei de lidsteaten dielt, kinne de Uny en de lidsteaten wetjaand hannelje en juridysk binende rjochtshannelingen fêststelle. De lidsteaten oefenje harren foech út foarsafiert de Uny syn foech net útoefene hat. De lidsteaten oefenje harren foech wer út foarsafiert de Uny besletten hat om syn foech net mear út te oefenjen.
3. De lidsteaten koördinearje harren ekonomysk belied en wurkgelegenheidsbelied neffens de yn dit Ferdrach stelde neiere regels, dy't de Uny neffens foech fêststelle mei.
4. De Uny hat it foech om, neffens it Ferdrach oangeande de Europeeske Uny, in mienskiplik



bûtenlânsk belied en feilichheidsbelied fêst te stellen en te fieren, dêrby ynbegrepen it njonkelytsen fêststellen fan in mienskiplik definsjebeli ed.

5. Op bepaalde mêden en ûnder de yn de Ferdraggen stelde betingsten hat de Uny it foech om it hanneljen fan de lidsteaten te stypjen, te koördinearjen of oan te foljen, sûnder lykwols it foech fan de lidsteaten op dy mêden oer te nimmen.

De juridysk binende rjochtshannelingen fan de Uny dy't op grûn fan de bepalingen fan de Ferdraggen oer dy mêden fêststeld wurde, kinne gjin inkelde foarm fan harmonisearring fan de wetlike en bestjoersrjochtlike bepalingen fan de lidsteaten ynhâlde.

6. De omfang en de betingsten foar it útoefenjen fan de foegen fan de Uny wurde regele troch de bepalingen fan de Ferdraggen oer elk fan dy mêden.

#### *Kêst 3*

1. De Uny hat eksklusyf foech op de folgjende mêden:

- a) de dûane-uny;
- b) it fêststellen fan konkurrinsjeregels dy't foar de wurking fan de ynterne merk nedich binne;
- c) it monetêr belied foar de lidsteaten dy't de euro as munt hawwe;
- d) it behâld fan de biologyske rykdommen fan de see yn it ramt fan it mienskiplik fiskerijbelied;
- e) de mienskiplike hannelspolityk.

2. De Uny hat ek eksklusyf foech om in ynternasjonale oerienkomst te sluten as in wetjouwingshanneling fan de Uny yn it sluten dêrfan foarsjocht, as it sluten dêrfan needsaaklik is om de Uny by steat te stellen om syn yntem foech út te oefenjen of as it sluten dêrfan gefolgen hawwe kin foar mienskiplike regels of de strekking dêrfan feroarje kin.

#### *Kêst 4*

1. De Uny hat in mei de lidsteaten dield foech yn de gefallen dat oan him yn de Ferdraggen in foech tadield wurdt dat bûten de yn de kêsten 3 en 6 neamde mêden falt.

2. It dielde foech fan de Uny en de lidsteaten jildt foar de neikommende wichtichste mêden:

- a) ynteme merk;
- b) sosjaal belied, foar de yn dit Ferdrach neamde aspekten;
- c) ekonomyske, sosjale en territoriale gearhing;

- d) lânbou en fiskerij, mei útsûndering fan it behâld fan de biologyske rykdommen fan de see;
- e) miljeu;
- f) konsumintebeskerming;
- g) ferfier;
- h) trans-Europeeske netwurken;
- i) enerzjy;
- j) de romte fan frijheid, feilichheid en rjocht;
- k) mienskiplike feilichheidsfraachstikken op it mêd fan folkssûnens foar de yn dit Ferdrach nearde aspekten.

3. Op it mêd fan ûndersyk, technologyske ûntwikkeling en romte(feart) hat de Uny it foech om te hanneljen, en benammen programma's fêst te stellen en út te fieren, sûnderdat it útoefenjen fan dat foech der ta liede kin dat de lidsteaten tsjinholden wurde om harren eigen foech út te oefenjen.

4. Op it mêd fan ûntwikkelingsgearwurking en humanitêre help hat de Uny it foech om te hanneljen en in mienskiplik belied te fieren, sûnderdat it útoefenjen fan dat foech der ta liede kin dat de lidsteaten tsjinholden om harren eigen foech út te oefenjen.

#### *Kêst 5*

1. De lidsteaten koördinearje harren ekonomysk belied binnen de Uny. Dêrta stelt de Ried maatregels fêst, benammen globale rjochtsnoeren foar dat belied.

Foar de lidsteaten dy't de euro as munt hawwe, jilde bysûndere bepalingen.

2. De Uny nimt maatregels om te soargjen foar de koördinaasje fan it wurkgel egenheidsbelied fan de lidsteaten, benammen troch de rjochtsnoeren foar dat belied te bepalen.

3. De Uny kin ini sjativen nimme om it sosjaal belied fan de lidsteaten te koördinearjen.

#### *Kêst 6*

De Uny hat it foech om it hanneljen fan de lidsteaten te stypjen, te koördinearjen of oan te foljen. Dat jildt foar de folgjende mêden, wat harren Europeeske diminsje oanbelanget:

- a) beskerming en ferbettering fan de minsklike sûnens;
- b) yndustry;

- c) kultuer;
- d) toerisme;
- e) ûnderwiis, beropsopheding, jongeren en sport;
- f) sivile beskerming;
- g) administrative gearwurking.

## TITEL II

### ALGEMIEN JILDENDE BEPALINGEN

#### *Kêst 7*

De Uny sjocht ta op de gearhing tusken syn belied en syn maatregels, rekken hâldend mei it gehiel fan syn doelstellingen en mei achtslaan fan it begjinsel fan it tadielen fan foech.

#### *Kêst 8* (âld kêst 3, lid 2, FEM)<sup>1</sup>

By elk hanneljen stribbet de Uny dernei om de ûngelikensens tusken manlju en froulju op te heffen en de gelikensens fan manlju en froulju te befoarderjen.

#### *Kêst 9*

By it bepalen en it útfieren fan syn belied en hanneljen hâldt de Uny rekken mei de easken yn ferbân mei it befoarderjen fan in heech nivo fan wurkgeliegenheid, it garandearjen fan in adekwate sosjale beskerming, it bestriden fan sosjale útsluting en ek in heech nivo fan ûnderwiis, oplieding en beskerming fan de minsklike sûnens.

#### *Kêst 10*

By it bepalen en it útfieren fan syn belied en hanneljen stribbet de Uny nei bestnding fan elke diskriminaasje op grûn fan geslacht, ras of etnyske komôf, godstsjinst of oertsjûging, handicap, leeftyd of seksueel aard.

---

<sup>1</sup> Dizze ferwizing is inkeld yndikatyf. De ôfkoarting FEU wurdt brûkt foar it âlde Ferdrach oangeande de Europeeske Uny, de ôfkoarting FEM foar it eardere Ferdrach ta oprjochting fan de Europeeske Mienskippen.

*Kêst 11*  
(âld kêst 6 FEM)

De easken oangeande miljeubeskerming moatte yntegrearre wurde yn de omskriuwing en útfiering fan it belied en it hanneljen fan de Uny, benammen mei it each op it befoarderjen fan duorsume ûntjouwing.

*Kêst 12*  
(âld kêst 153, lid 2, FEM)

Mei de easken oangeande konsumintebeskerming wurdt rekken holden by it bepalen en útfieren fan it belied en it hanneljen fan de Uny op oare mêden.

*Kêst 13*

By it formulearjen en útfieren fan it belied fan de Uny op it mêd fan lânbou, fiskerij, ferfier, ynterne merk en ek ûndersyk, technologyske ûntwikkeling en romte(feart), hâlde de Uny en de lidsteaten folslein rekken mei itjinge dat needsaaklik is foar it wolwêzen fan biesten as wêzens mei gefoel, ûnder earbiediging fan de wetlike en bestjoersrjochtlike bepalingen en wizânsjes fan de lidsteaten oangeande benammen godstsjinstige riten, kulturele tradysjes en regionaal erfgoed.

*Kêst 14*  
(âld kêst 16 FEM)

Mei behâld fan kêst 4 fan it Ferdrach oangeande de Europeeske Uny en de kêsten 93, 106 en 107 fan dit Ferdrach en sjoen it plak dat de tsjinsten fan algemien ekonomysk belang yn de mienskiplike wearden fan de Uny ynnimme, en ek de rol dy't hja spylje by it befoarderjen fan sosjale en territoriale gearhing, steane de Uny en de lidsteaten der, yn it ramt fan harren ûnderskate foegen en binnen it tapassingsgebiet fan de Ferdraggen, noed foar dat dy tsjinsten funksjonearje op basis fan begjinsels en betingsten – benammen ekonomyske en finansjele betingsten - dy't harren by steat stelle om harren taken nei te kommen. It Europeesk Parlemint en de Ried stelle, neffens de gewoane wetjouwingsproseduere, troch de wei fan feroarderings dy begjinsels en betingsten fêst, mei behâld fan it foech fan de lidsteaten om, mei achtslaan fan de Ferdraggen, sokke tsjinsten te leverjen, ferjochtsje te litten en te finansjerjen.

*Kêst 15*  
(âld kêst 255 FEM)

1. Om goed bestjoer te befoarderjen en it dielnimmen fan it maatskiplik middenfjild te garandearjen, wurkje de ynstelling, it orgaan of de ynstânsje fan de Uny yn in sa grut mooglike iepenheid.
2. It Europeesk Parlemint, en de Ried wannear't er ried hâldt en stimt oer in ûntwerp fan wetjouwingshanneling, komme gear yn it iepenbier.
3. Elke boarger fan de Uny en ek elke natuerlike persoan of rjochtpersoan mei ferbliuwplak of statutêre sit yn in lidsteat hat rjocht op tagong ta dokuminten fan de ynstellingen, organen en

ynstânsjes fan de Uny, ûnôfhinklik fan de ynformaasje drager dêrt se op fêstlein binne, neffens de begjinsels en ûnder de betingsten sat dy bepaald binne yn dit lid.

De Ried bepaalt, neffens de gewoane wetjouwingsproseduere, troch de wei fan feroarderingen de algemiene begjinsels en de beheiningen op grûn fan iepenbiere of partikuliere belangen oangeande dit rjocht op tagong ta dokuminten.

Alle ynstellingen, organen of ynstânsjes soargje foar transparânsje yn harren wurk en nimme yn harren eigen reglemint fan oarder spesifike bepalingen oangeande de tagong ta harren dokuminten op neffens de yn de twadde alinea neamde feroarderingen.

Foar it Hof fan Justysje fan de Europeeske Uny, de Europeeske Sintrale Bank en de Europeeske Ynvestearingsbank jildt dit lid allinnich foar it útoefjen fan harren administrative taken.

It Europeesk Parlemint en de Ried soargje foar it iepenbier meitsjen fan de stikken oangeande de wetjouwingsprosedueres neffens de betingsten fan de yn de twadde alinea neamde feroarderingen.

*Kêst 16*  
(âld kêst 286 FEM)

1. Elkenien hat rjocht op beskerming fan syn persoansgegevens.
2. It Europeesk Parlemint en de Ried stelle, neffens de gewoane wetjouwingsproseduere, de betingsten fêst oangeande it beskermjen fan natuerlike persoanen wat it ferwurkjen oangiet fan persoansgegevens troch de ynstellingen, organen en ynstânsjes fan de Uny, en ek troch de lidsteaten by it útoefjen fan aktiviteiten dy't binnen it tapassingsgebiet fan it rjocht fan de Uny falle, en ek de foarskriften oangeande it frije ferkear fan dy gegevens. Op it neilibjen fan dy foarskriften wurdt tsjûen troch ûnôfhinklike autoriteiten.

De op basis fan dit kêst fêststelde foarskriften litte de spesifike foarskriften fan kêst 39 fan it Ferdrach oangeande de Europeeske Uny yn wêzen.

*Kêst 17*

1. De Uny earbiediget de status dy't tsjerken en religieuze ferieningen en mienskippen neffens it nasjonaal rjocht yn de lidsteaten hawwe, en lit dy yn wêzen.
2. De Uny earbiediget boppedat de status dy't net-konfesjonele organisaasjes en organisaasje dy't útgean fan in libbensskôging hawwe neffens it nasjonaal rjocht.
3. De Uny fiert in iepen, transparante en geregelde dialoach mei dy tsjerken en organisaasjes, ûnder erkenning fan harren identiteit en harren spesifike bydrage.

## TWADDE DIELE

### NON-DISKRIMINAASJE EN BOARGERSKIP FAN DE UNY

#### *Kêst 18* (âld kêst 12 FEM)

Binnen de wurkingssfeare fan de Ferdraggen en mei behâld fan de bysûndere bepalingen, dy't dêryn steld binne, is alle diskriminaasje op grûn fan nasjonaliteit ferbean.

It Europeesk Parlemint en de Ried kinne, neffens de gewoane wetjouwingsproseduere, regelingen fêststelle mei it each op it ferbod fan datsoarte fan diskriminaasje.

#### *Kêst 19* (âld kêst 13 FEM)

1. Mei behâld fan de oare bepalingen fan de Ferdraggen, kin de Ried, binnen de grinzen fan de troch de Ferdraggen oan de Uny jûne foegen, mei ienriedigens fan stimmen, neffens in bysûndere wetjouwingsproseduere en nei goedkarring troch it Europeesk Parlemint, passende maatregels nimme om diskriminaasje op grûn fan geslacht, ras of etnysk komôf, godstsjinst of oertsjûging, handikap, leeftyd of seksueel aard te bestriden.

2. Yn ôfwiking fan lid 1 kinne it Europeesk Parlemint en de Ried, sûnderdat der sprake is fan likefolle hokker foarm fan harmonisearring fan de wetlike en bestjoersrjochtlike bepalingen fan de lidsteaten, neffens de gewoane wetjouwingsproseduere, de basysbegjinsels fêststelle foar stimulearringsmaatregels fan de Uny om de maatregels te stypjen dy't de lidsteaten nimme om by te dragen oan it ferwêzentlikjen fan de doelstellingen neamd yn lid 1.

#### *Kêst 20* (âld kêst 17 FEM)

1. Der wurdt in boargerskip fan de Uny ynsteld. Boarger fan de Uny is elkemien dy't de nasjonaliteit fan in lidsteat hat. It boargerskip fan de Uny komt neist it nasjonale boargerskip en net yn it plak dêrfan.

2. De boargers fan de Uny hawwe de rjochten en de plichten dy't yn de Ferdraggen bepaald binne. Hja hawwe, ûnder oaren,

- a) it rjocht om harren frij op it grûngebiet fan de lidsteaten te ferpleatsen en der frij ta te hâlden;
- b) it aktyf en passyf kiesrjocht by de ferkiezingen foar it Europeesk Parlemint en by de gemeenteriedsferkiezingen yn de lidsteat dêr't hja tahâlde, ûnder deselde betingsten as de steatsboargers fan dy steat;

- c) it rjocht op beskerming fan de diplomatike en konsulêre ynstânsjes fan elke oare lidsteat op it grûngebiet fan tredde lannen dêr't de lidsteat dêr't hy boarger fan binne, net fertsjintwurdige is, ûnder deselde betingsten as de steatsboargers fan dy oare lidsteat;
- d) it rjocht om fersykskriften oan it Europeesk Parlemint te rjochtsjen, harren te rjochtsjen ta de Europeeske ombudsman, en ek om harren yn 1 en fan de talen fan de Ferdraggen ta de ynstellingen en de advysorganen fan de Uny te rjochtsjen en yn dy taal antwurd te krijen.

Dy rjochten wurde útoefene ûnder de betingsten en binnen de grinzen sat dy yn de Ferdraggen en de maatregels om se út te fieren fêststeld binne.

*Kêst 21*  
(âld kêst 18 FEM)

1. Elke boarger fan de Uny hat it rjocht om frij op it grûngebiet fan de lidsteaten te reizgjen en ta te hâlden, ûnder foarbehâld fan de beheiningen en betingsten dy't yn de Ferdraggen en de útfieringsbepalingen fêststeld binne.

2. Docht bliken dat hanneljen troch de Uny needsaaklik is om dy doelstelling te ferwêzentlikjen en hawwe de Ferdraggen dêrta net foarsjoen yn foegen, dan kinne it Europeesk Parlemint en de Ried, neffens de gewoane wetjouwingsproseduere, bepalingen fêststelle dy't it útoefenjen fan de yn lid 1 neamde rjochten makliker meitsje.

3. Om deselde doelstellingen lykas neamd yn lid 1 te ferwêzentlikjen kin de Ried, foarsafiert de Ferdraggen dêrta net yn foegen foarsjogge, neffens in bysûndere wetjouwingsproseduere, maatregels oangeande sosjale sekerheid en sosjale beskerming fêststelle. De Ried beslút mei ienriedigens fan stimmen, nei rieplachtsjen fan it Europeesk Parlemint.

*Kêst 22*  
(âld kêst 19 FEM)

1. Elke boarger fan de Uny dy't tahâldt yn in lidsteat dêr't er gjin steatsboarger fan is, hat it aktyf en passyf kiesrjocht by gemeenten edstierkiezingen yn de lidsteat dêr't er tahâldt, ûnder deselde betingsten as de steatsboargers fan dy steat. Dat rjocht wurdt útoefene ûnder foarbehâld fan de troch de Ried mei ienriedigens fan stimmen, neffens in bysûndere wetjouwingsproseduere en nei rieplachtsjen fan it Europeesk Parlemint, fêststelde neiere regelingen; dy neiere regelingen kinne foarsjen yn ôfwikingen wannear't soks rjochtfeardige wurdt troch bysûndere problemen yn in lidsteat.

2. Mei behâld fan kêst 223, lid 1, en de bepalingen om dat út te fieren, hat elke boarger fan de Uny dy't tahâldt yn in lidsteat dêr't er gjin steatsboarger fan is, it aktyf en passyf kiesrjocht by de ferkiezingen foar it Europeesk Parlemint yn de lidsteat dêr't er tahâldt, ûnder deselde betingsten as de steatsboargers fan dy steat. Dat rjocht wurdt útoefene ûnder foarbehâld fan de troch de Ried mei ienriedigens fan stimmen, neffens in bysûndere wetjouwingsproseduere en op ústel fan de Kommissje en nei rieplachtsjen fan it Europeesk Parlemint, fêststelde neiere regelingen; dy neiere regelingen kinne foarsjen yn ôfwikingen wannear't soks rjochtfeardige wurdt troch bysûndere

problemen yn in bepaalde lidsteat.

*Kêst 23*  
(âld kêst 20 FEM)

Elke boarger fan de Uny hat op it grûngebiet fan tredde lannen, dêr't de lidsteat dêr't er steatsboarger fan is, net fertsjintwurdige is, rjocht op beskerming fan de diplomatieke en konsulêre ynstânsjes fan elke oare lidsteat, ûnder deselde betingsten as de steatsboargers fan dy lidsteat. De lidsteaten nimme de nedige maatregels en begjinne de ynternasjonale ûnderhannelingen dy't nedich binne om dy beskerming te garandearjen.

De Ried kin, neffens in bysûndere wetjouwingsproseduere en nei ni eplachtsjen fan it Europeesk Parlemint, rjochtliden oannimme ta it fêststellen fan koördinaasje- en gearwurkingsmaatregels dy't nedich binne om dy beskerming te befoarderjen.

*Kêst 24*  
(âld kêst 21 FEM)

It Europeesk Parlemint en de Ried stelle, neffens de gewoane wetjouwingsproseduere, troch de wei fan feroarderingen de bepalingen fêst foar de prosedueres en betingsten foar it yntsjinjen fan in boargernûmjatyf yn de sin fan kêst 11 fan it Ferdrach oangeande de Europeeske Uny, dêrby ynbegrepen it minimum oantal lidsteaten dêr't de boargers dy't it fersyk yntsjinje, út ôtkomstich wêze moatte.

Elke boarger fan de Uny hat it rjocht om in fersykskrift oan it Europeesk Parlemint te rjochtsjen neffens kêst 227.

Elke boarger fan de Uny kin him rjochtsje ta de neffens kêst 228 ynstelde ombudsman.

Elke boarger fan de Uny kin de yn dit kêst of yn kêst 13 fan it Ferdrach oangeande de Europeeske Uny neamde ynstellingen, organen of ynstânsjes oanskriuwe yn ien fan de yn kêst 55, lid 1, fan it Ferdrach oangeande de Europeeske Uny neamde talen en ek yn dy taal antwurd krije.

*Kêst 25*  
(âld kêst 22 FEM)

De Kommisje bringt om de trije jier oan it Europeesk Parlemint, de Ried en it Ekonomysk en Sosjaal Komitee ferslach út oer it tapassen fan de bepalingen fan dit Diel fan it Ferdrach. Yn dat ferslach wurdt rekken holden mei de ûntjouwing fan de Uny.

Op basis fan dat ferslach en mei behâld fan de oare bepalingen fan de Ferdraggen, kin de Ried nei it goedkaren troch it Europeesk Parlemint, mei iennedigens fan stimmen, neffens in bysûndere wetjouwingsproseduere, bepalingen ta oanfolling op de yn kêst 20, lid 2, neamde rjochten fêststelle. Dy bepalingen gean earst yn nei't se troch de lidsteaten neffens harren ûnderskate grûnwetlike bepalingen goedkard binne.



## TREDDE DIELE

### IT BELIED EN YNTERN HANNELJEN FAN DE UNY

#### TITEL I

##### DE YNTERNE MERK

*Kêst 26*  
(âld kêst 14 FEM)

1. De Uny stelt de maatregels fêst dy't dertfoar ornearre binne om de ynterne merk ta stân te bringen en de wurking derfan te garandearjen, neffens de bepalingen oangeande de Ferdraggen.
2. De ynterne merk omfettet in romte sûnder binnengrinzen dêr't it frije ferkear fan waren, persoanen, tsjinsten en kapitaal yn garandearre is neffens de bepalingen fan de Ferdraggen.
3. Op útstel fan de Kommisje stelt de Ried de needsaaklike beliedslinen en betingsten fêst om in lykwichtige foarútgong yn it gehiel fan de oanbelangjende sektoaren te garandearjen.

*Kêst 27*  
(âld kêst 15 FEM)

By it formulêarjen fan syn útstellen dy't rjochte binne op it ferwêzentlikjen fan de doelstellingen fan kêst 26, hâldt de Kommisje rekken mei de ynspanning, dy't guon ekonomyen mei in ferskillend ûntwikkelingspeil harren treastgje moatte foar it ynstellen fan de ynterne merk, en kin er passende bepalingen útstelle.

As dy bepalingen de foarm fan ôfwikingsen oannimme, moatte se fan tydlik aard wêze en de wurking fan de ynterne merk sa min mooglik fersteure.

#### TITEL II

##### IT FRIJE FERKEAR FAN WAREN

*Kêst 28*  
(âld kêst 23 FEM)

1. De Uny omfettet in dûane-uny dy't jildt foar alle hannel yn waren; dy hâldt sawol it ferbod fan yn- en útfierrjochten yn en fan alle heffingen mei in lykweardige wurking yn it ferkear tusken de lidsteaten ûnderinoar as it ynfiieren fan in mienskiplik dûanetaryf foar tredde lannen oer.
2. De bepalingen fan kêst 30 en fan Haadstik 3 fan dizze Titul jilde foar produkten ôtkomstich út de lidsteaten en ek foar produkten út tredde lannen dy't foarkomme yn it frije ferkear yn de

lidsteaten.

*Kêst 29*  
(âld kêst 24 FEM)

As produkten dy't yn it frije ferkear yn in lidsteat foarkomme wurde beskôge: de produkten út tredde lannen dêr't yn de oanbelangjende steat de ynfierformaliteiten foar ferjochte binne en dêr't ek de ferskuldige dûanerjochten en heffingen mei in lykweardige wurking foar foldien binne, en dêr't gjin folsleine of ûnfolsleine weromjefte fan dy rjochten en heffingen foar jûn is.

## HAADSTIK 1 DE DÛANE-UNY

*Kêst 30*  
(âld kêst 25 FEM)

Yn- en útierrjochten of heffingen mei in lykweardige wurking binne tusken de lidsteaten ferbean. Soks jildt ek foar dûanerjochten fan fiskaal aard.

*Kêst 31*  
(âld kêst 26 FEM)

De rjochten fan it mienskiplik dûanetaryf wurde troch de Ried fêststeld op útstel fan de Kommisje.

*Kêst 32*  
(âld kêst 27 FEM)

By de útfiering fan de taken dy't him út krêft fan de bepalingen fan dit Haadstik tabetroud binne, lit de Kommisje him liede troch:

- a) de needsaak om it hannelferkear tusken de lidsteaten en tredde lannen te befoarderjen;
- b) de ûntwikkeling fan de konkurrinsjebetingsten binnen de Uny foarsafiert dy ûntwikkeling it konkurinsjefermogen fan de ûndernimmings tanimme litte sil;
- c) it ferlet fan de Uny as it giet om de foarsjenning mei grûnstoffen en healfabrikaten; dêrby tinkt de Kommisje derom dat de konkurinsjebetingsten oangeande einprodukten tusken de lidsteaten net fertalske wurde;
- d) de needsaak om slimme fersteuringen fan it ekonomysk libben fan de lidsteaten foar te wêzen en te soargjen foar in rasjonele ûntjouwing fan de produksje en ek foar in oanwinnen fan de konsumpsje binnen de Uny.

## HAADSTIK 2

### DE DÛANEGEARWURKING

*Kêst 33*  
(âld kêst 135 FEM)

Binnen it tapassingsgebiet fan de Ferdragen nimme it Europeesk Parlemint en de Ried, neffens de gewoane wetjouwingsproseduere, maatregels om de dûanegearwurking tusken de lidsteaten ûnderinoar en ek tusken de lidsteaten en de Kommisje fuort te sterkjen.

## HAADSTIK 3

### FERBOD OP KWANTITATIVE BEHEININGEN TUSKEN DE LIDSTEATEN

*Kêst 34*  
(âld kêst 28 FEM)

Kwantitative beheiningen op de ynfier en ek alle maatregels mei in lykweardige wurking binne tusken de lidsteaten ferbean.

*Kêst 35*  
(âld kêst 29 FEM)

Kwantitative beheiningen op de útfier en ek alle maatregels mei in lykweardige wurking binne tusken de lidsteaten ferbean.

*Kêst 36*  
(âld kêst 30 FEM)

De bepalingen fan de kêsten 34 en 35 steane in ferbod op of beheiningen fan yn-, út- of trochfier net yn 'e wei, as dy rjochtfeardige binne op grûn fan de iepenbiere seedlikens, de iepenbiere oarder en de iepenbiere feilichheid, de beskerming fan de sûnens en it libben fan persoanen, bisten of planten, de beskerming fan nasjonale skatten fan artistike, histoaryske of argeologyske wearde of de beskerming fan it yndustrieel en kommersjeel eigendom. Sokke ferboaden of beheiningen mei e lykwols gjin middel foar me foar willekeurige diskriminaasje noch in ferhoalen beheining fan de hannel tusken de lidsteaten ynhâlde.

*Kêst 37*  
(âld kêst 31 FEM)

1. De lidsteaten passe harren nasjonale monopooljes fan kommersjeel aard sa oan dat elk ferskil yn behanneling tusken de steatsboargers fan de lidsteaten oangeande de betingsten fan foarsjenning en ôfset útsletten is.

De bepalingen fan dit kêst jilde foar elk lichem dêr't in lidsteat streekryocht of midlik de yn- of útfier tusken de lidsteaten *de jure* of *de facto* troch kontrolearret, bepaalt of merkber beynfloedet. Dy bepalingen jilde ek foar monopooljes dy't troch in steat delegearre binne oan oaren.

2. De lidsteaten ûnthâlde harren derfan om likefolle hokker nije maatregel te nimmen dy't tsjin de yn lid 1 neamde begjinsels yngean of it tapassingsgebiet fan de kâsten oangeande it ferbod op dûaneryochten en kwantitatieve beheinings tusken de lidsteaten behant.

3. Is oan it steatsmonopoolje fan kommersjeel aard in regeling ferbûn mei as doel it makliker meitsjen fan de ôfset fan lânbouprodukten of fan in bettere opbringst dêrfan, dan moatte by it tapassen fan de bepalingen fan dit kêst lykweardige garânsjes jûn wurde foar de wurkgelegenheid en it libbenspeil fan de oanbelangjende produsinten.

TITEL III

**LÂNBOU EN FISKERIJ**

*Kêst 38*  
(âld kêst 32 FEM)

1. De Uny bepaalt in mienskiplik lânbou- en fiskerijbelied en fiert dat út.

De ynterne merk omfettet ek de lânbou, de fiskerij en de hannel yn lânbouprodukten. Under lânbouprodukten wurde fersien de produkten fan grûn, feebuorkenij en fiskerij en ek de dêrmei streekryocht gearhingjende produkten yn de earste graad fan bewurking. Ferwizingen nei it mienskiplik lânboubelied of nei de lânbou en it brûken fan de term "lânbou" wurde achte ek te jilden as ferwizing nei de fiskerij, mei achtslaan fan de bysûndere skaaimerken fan de fiskerijsektor.

2. Foarsafier't yn de kâsten 39 oant en mei 44 net oars bepaald is, binne de regels foar de ynstelling en de wurking fan de ynterne merk fan tapassing op de lânbouprodukten.

3. De produkten dy't falle ûnder de bepalingen fan de kâsten 39 oant en mei 44 binne neamd yn de list yn Taheakke I.

4. De wurking en de ûntjouwing fan de ynterne merk foar de lânbouprodukten hearre mank te gean mei it ta stân kommen fan in mienskiplik lânboubelied.

*Kêst 39*  
(âld kêst 33 FEM)

1. It mienskiplik lânboubelied hat ta doel om:

- a) de produktiviteit fan de lânbou te ferheegjen troch it befoarderjen fan de technyske foarútgong en troch it garandearjen fan sawol de rasjonalisearring fan de lânbouproduksje as in optimaal brûken fan de produksjefaktoaren, benammen de arbeidskrêften;
- b) op dy wize de lânboubefolking in ridlik libbenspeil te garandearjen, benammen troch it ferheegjen fan it persoanlik ynkommen fan dyjingen dy't yn de lânbou wurkje;
- c) de merken te stabilisearjen;
- d) de befoarrieding feilich te stellen;
- e) ridlike prizen by de levering oan konsuminten te garandearjen.

2. By de útwurking fan it mienskiplik lânboubelied en fan de dêrfoar ta te passen bysûndere metoaden, sil rekken holden wurde mei:

- a) it bysûndere karakter fan it lânboubedriuw, dat folget út de maatskiplike struktuer fan de lânbou en út de strukturele en natuerlike ûngelikensens tusken de ûnderskate lânbougebieten;
- b) de needsaak om de gaadlike oanpassingen mei ferdrach troch te fierjen;
- c) it feit, dat de lânbousektor yn de lidsteaten hecht ferbûn is mei de ekonomy yn syn gehiel.

*Kêst 40*  
(âld kêst 34 FEM)

1. Om de yn kêst 39 neamde doelen te berikken wurdt in mienskiplike organisaasje fan de lânboumerken ta stân brocht.

Alneffens de produkten nimt dy organisaasje ien fan de neikommende foarmen oan:

- a) mienskiplike konkurriënsjeregels;
- b) ferplichte koördinaasje fan de ûnderskate nasjonale organisaasjes fan de merk;
- c) in Europeeske organisaasje fan de merk.

2. De mienskiplike organisaasje neffens ien fan de yn lid 1 neamde foarmen kin alle maatregels ynhâlde dy't needsaaklik binne om de doelstellingen omskreaun yn kêst 39 te berikken, benammen regelingen oangeande de prizen, subsydzjes likegoed foar de produksje as foar it yn 'e

hannel bringen fan de ûnderskate produkten, systemen fan foarriedfoarming en opslach en mienskiplike meganismen foar it stabilisearjen fan de yn- of útfier.

De mienskiplike organisaasje moat him beheine ta it neistribjen fan de doelen dy't yn kêst 39 neamd wurde en moat elke diskriminaasje tusken produsinten of konsuminten binnen de Uny útslute.

In eventueel mienskiplik priisbelied moat op mienskiplike kritearia en op ienfoarmige metoaden fan berekening berêste.

3. Om de yn lid 1 neamde mienskiplike organisaasje oan syn doel beantwurdzje te litten, kinne ien of mear oriintaasje- en garânsjefûnsen foar de lânbou yn it libben roppen wurde.

*Kêst 41*  
(âld kêst 35 FEM)

Om de yn kêst 39 omskreaune doelen te berikken, kinne yn it ramt fan it mienskiplik lânboubelied benammen maatregels yn omtinken nommen wurde oangeande:

- a) in effektive koördinaasje fan ynspanningen op it mêd fan de beropsopleiding, it lânboukundich ûndersyk en de lânboukundige foarljochting, soks kin ynhâlde de mienskiplike finansiering fan projekten of ynstellingen;
- b) mienskiplike maatregels om de konsumpsje fan bepaalde produkten te befoarderjen.

*Kêst 42*  
(âld kêst 36 FEM)

De bepalingen fan it Haadstik oer konkurrinsjeregels binne mar yn safier fan tapassing op de produksje fan en de hannel yn lânbouprodukten, as dat troch it Europeesk Parlemint en de Ried, mei achtslaan fan de yn kêst 39 neamde doelen, fêststeld wurde sil binnen it ramt fan de bepalingen en neffens de proseduere fan kêst 43, lid 2.

De Ried kin, op útstel fan de Kommisje, tastimming jaan foar it jaan fan stipe:

- a) om bedriuwen te beskermjen dy't troch strukturele of natuerlike omstannichheden beneidde binne;
- b) yn it ramt fan ekonomyske ûntwikkelingsplannen.

*Kêst 43*  
(âld kêst 37 FEM)

1. De Kommisje docht útstellen oangeande de útwurking en útfiering fan it mienskiplik lânboubelied, dy't ûnder oaren foarsjogge yn it ferfangen fan de nasjonale organisaasjes fan de merk troch ien fan de yn kêst 40, lid 1, neamde foarmen fan mienskiplike organisaasje, en ek yn de útfiering fan de yn dizze Titel spesjaal neamde maatregels.

Dy útstellen moatte rekken hâlde mei de ûnderlinge gearhing tusken de lânboufraachstikken neamd yn dizze Titel.

2. It Europeesk Parlemint en de Ried stelle, neffens de gewoane wetjouwingsproseduere en nei replachtsjen fan it Ekonomysk en Sosjaal Komitee, de yn kêst 40, lid 1, neamde mienskiplike organisaasje fan de lânboumerken yn, en stelle ek de oare bepalingen fêst dy't nedich binne om de doelstellingen fan it mienskiplik lânbou- en fiskerijbelied te berikken.

3. De Ried stelt, op útstel fan de Kommisje, de maatregels fêst foar it bepalen fan de prizen, foar de heffingen, de stipe en de kwantitative beheiningen, en ek foar it fêststellen en ferdielen fan de fangstmoglikheden yn de fiskerij.

4. Neffens lid 2 kinne de nasjonale organisaasjes fan de merk ferfongen wurde troch de yn kêst 40, lid 1, neamde mienskiplike organisaasje:

- a) as de mienskiplike organisaasje oan de lidsteaten dy't op dy maatregels tsjin binne en dy't sels in nasjonale organisaasje foar de oanbelangjende produksje ta harren fôldwaan hawwe, lykwaardige garânsjes biedt foar de wurkgelegenheid en it libbenspel fan de oanbelangjende produsinten; dêrby moat rekken holden wurde mei de yn de rin fan 'e tiid mooglike oanpassingen en needsaaklike spesjalisasjes, en
- b) as dy mienskiplike organisaasje betingsten foar it hannelsferkear binnen de Uny garandearret dy't oerienkomme mei de betingsten sat dy op in nasjonale merk bestean.

5. Wurdt foar beskate grûnstoffen in mienskiplike organisaasje yn it libben roppen, sûnderdat der al in mienskiplike organisaasje foar de dêrnei korrespondearjende ferwurke produkten bestiet, dan meie de oanbelangjende grûnstoffen ynfierd wurde út lannen fan bûten de Uny, at se brûkt wurde foar ferwurke produkten dy't ornearre binne foar de útfier nei tredde lannen.

*Kêst 44*  
(âld kêst 38 FEM)

Falt yn in lidsteat in produkt ûnder in nasjonale organisaasje fan de merk of ûnder in binnenlânske regeling mei in lykwaardige wurking en wurdt dêrtroch in lyksoartige produksje yn in oare lidsteat by de konkurinsje nei dielich beynfloede, dan lizze de lidsteaten in kompensearjende heffing op de ynfier fan dat produkt út de lidsteat dêr't de organisaasje of de regeling bestiet, of it moast wêze dat dy steat in kompensearjende heffing op de útfier tapast.

De Kommisje bepaalt de hichte fan dy heffingen op it nivo dat nedich is om it lykwicht wer te krijen; de Kommisje kin ek tastimming jaan om oare maatregels te nimmen dêr't er de betingsten en de neiere útwurking fan fêststelt.

## TITEL IV

### IT FRIJE FERKEAR FAN PERSOANEN, TSJINSTEN EN KAPITAAL

#### HAADSTIK 1

#### DE WURKNIMMERS

*Kêst 45*  
(âld kêst 39 FEM)

1. It ferkear fan wurknimmers binnen de Uny is frij.
2. Dat hâldt de ôfskaffing yn fan elke diskriminaasje op grûn fan nasjonaliteit tusken de wurknimmers fan de lidsteaten oangeande de wurkgelegenheid, de beëanning en de oare arbeidsbetingsten.
3. It hâldt, útsein de op grûn fan iepenbiere oarder, iepenbiere feilichheid en folkssûnens rjochtfeardige beheiningen, it rjocht yn om,
  - a) yn te gean op in feitlik oanbod ta tewurkstelling;
  - b) jin mei dat doel finj te fêrpleatsen binnen it grûngebiet fan de lidsteaten;
  - c) yn ien fan de lidsteaten ta te hâlden om dêr in berop út te oefenjen neffens de wetlike en bestjoersrjochtlike bepalingen dy't foar de tewurkstelling fan nasjonale wurknimmers jilde;
  - d) op it grûngebiet fan in lidsteat ta te hâlden, nei dêr in baan hân te hawwen, neffens betingsten dy't opnommen wurde yn troch de Kommisje fêst te stellen feroarderingen.
4. De bepalingen fan dit kêst binne net fan tapassing op de banen yn oerheidstsjinst.

*Kêst 46*  
(âld kêst 40 FEM)

It Europeesk Parlemint en de Ried stelle, neffens de gewoane wetjouwingsproseduere en nei rieplachtsjen fan it Ekonomysk en Sosjaal Komitee, troch it útfurdigjen fan rjochtlinen of feroarderingen de maatregels fêst dy't nedich binne om ta in frij ferkear fan wurknimmers te kommen sa't dat yn kêst 45 omskreaun is, benammen troch:

- a) it garandearjen fan in nauwe gearwurking tusken de nasjonale bestjoersynstellingen op it mêd fan de arbeid;
- b) it ôfskaffen fan de administrative prosedueres en hannelwizen, en ek fan de wachttiden



foar de tagong ta oanbeanne banen dy't it gefolch binne fan itsij de nasjonale wetjouwing itsij de oerienkomsten sa't dy earder tusken de lidsteaten sletten binne en dêr't it hanthavenjen in behindering fan foarmet foar it ta stân bringen fan it frije ferkear fan de wurknimmers;

- c) it ôfskaffen fan alle wachttiden en oare beheinungen dy't foarsjoen binne itsij yn de nasjonale wetjouwing itsij yn oerienkomsten sa't dy earder tusken de lidsteaten sletten binne en dy't oan de wurknimmers út de oare lidsteaten oare betingsten oplizze foar de frije kar fan in baan as oan de wurknimmers fan it eigen lân;
- d) it ynstellen fan passende meganismen om oanbod en fraach op de arbeidsmerk meiinoar yn kontakt te bringen en om dêrmei ek by te dragen oan it berikken fan in lykwicht op de arbeidsmerk op in wize dy't in ernstige bedriging fan it libbenspeil en it nivo fan wurkgelegenheid yn de ûnderskate gebieten en yndustryen útslút.

*Kêst 47*  
(âld kêst 41 FEM)

De lidsteaten befoarderje yn it ramt fan in mienskiplik programma de útwikseling fan jonge wurknimmers.

*Kêst 48*  
(âld kêst 42 FEM)

It Europeesk Parlemint en de Ried stelle, neffens de gewoane wetjouwingsproseduere, de maatregels fêst dy't op it mêd fan de sosjale sekerheid needsaaklik binne foar it ta stân kommen fan it frije ferkear fan wurknimmers; mei it each dêrop fiere se benammen in stelsel yn dat it mooglik makket om al of net yn leantsjinst wurkjende yn- en útmigrearjende wurknimmers en harren rjochthawwende famyljeliden it neikommende te garandearjen:

- a) it byinoar optellen fan alle tiidrekken dy't neffens de wetten fan de ûnderskate lannen yn 'e beneaming komme mei it each op it krijen en yn stân hâlden fan it rjocht op útkearingen en ek foar it berekkenjen dêrfan;
- b) it útbeteljen fan de útkearingen oan persoanen dy't op it grûngebiet fan de lidsteaten tahâlde.

At in lid fan de Ried ferklearret dat in ûntwerp fan wetjouwingsshanneling lykas neamd yn de earste alinea reitsje soe oan wichtige aspekten fan syn stelsel fan sosjale sekerheid, benammen it tapassingsgebiet, de kosten en de finansjele struktuer dêrfan, of gefolgen hawwe soe foar it finansjele lykwicht fan dat stelsel, kin er it fersyk dwaan dat de oangelegenheid foarlein wurdt oan de Europeeske Ried. Yn dat gefal wurdt de gewoane wetjouwingsproseduere opskood. Nei besprek sil de Europeeske Ried, binnen fjouwer moanne nei dy ûnderbrekking:

- a) it ûntwerp weromferwize nei de Ried, dêr't de ûnderbrekking fan de gewoane wetjouwingsproseduere troch beëinige wurdt, of

- b) net hannelje of de Kommisje fersykje om in nij útstel yn te tsjinjen; yn dat gefal wurdt de rjochtshanneling dy't oarspronklik foarslein wie, achte net fêststeld te wêzen.

## HAADSTIK 2

### IT RJOCHT FAN FÊSTIGING

#### *Kêst 49* (âld kêst 43 FEM)

Yn it ramt fan de neikommende bepalingen binne beheinigen fan de frijheid fan fêstiging foar steatsboargers fan in lidsteat op it grûngebiet fan in oare lidsteat ferbean. Dat ferbod slacht ek op beheinigen oangeande de oprjochting fan agintskippen, filialen of dochterûndernimmingsen troch de steatsboargers fan in lidsteat dy't op it grûngebiet fan in lidsteat fêstige binne.

Utsein de bepalingen fan it Haadstik oangeande it kapitaalferkear, omfettet de frijheid fan fêstiging de tagong ta aktiviteiten oars as yn leantsjinst en it útoefenjen dêrfan, en ek it oprjochtsjen en it behear fan ûndernimmingsen, en benammen fan fennoatskippen yn de sin fan de twadde alinea fan kêst 54, neffens de bepalingen dy't troch de wetjouwing fan it lân fan fêstiging foar de eigen steatsboargers fêststeld binne.

#### *Kêst 50* (âld kêst 44 FEM)

1. Om de frijheid fan fêstiging foar in bepaalde wurksumheid te ferwêzentlikjen, beslute it Europeesk Parlemint en de Ried, neffens de gewoane wetjouwingsproseduere en nei rieplachtsjen fan it Ekonomysk en Sosjaal Komitee, troch it útfurdigjen fan rjochtlinen.
2. It Europeesk Parlemint, de Ried en de Kommisje oefenje de taken út dy't harren troch boppesteande bepalingen tabetroud wurde, benammen:
  - a) troch oer it generaal by foarrang dy aktiviteiten te behanneljen dêr't de frijheid fan fêstiging in bysûnder nuttige bydrage foar leveret oan de ûntjouwing fan de produksje en fan it hannel sferkear;
  - b) troch it garandearjen fan in nauwe gearwurking tusken de foechhawwende nasjonale bestjoersynstellingen om de bysûndere omstannichheden fan de ûnderskate oanbelangjende aktiviteiten binnen de Uny kennen te learen;
  - c) troch it ôfskaffen fan dy administrative prosedueres en hannelwizen, dy't it gefolch binne fan itsij de nasjonale wetjouwing itsij de oerienkomsten sa't dy earder tusken de lidsteaten sletten binne en dêr't it hanthavenjen in belêtsel fan foarmet foar de frijheid fan fêstiging;
  - d) troch derfoar te soargjen dat de wurknimmers fan ien fan de lidsteaten dy't op it grûngebiet fan in oare lidsteat oan it wurk steld binne, op dat grûngebiet tahâlde kinne om

dêr oars as yn leantsjinst wurk te dwaan, wannear't hja foldogge oan de betingsten dêrt hja oan foldwaan moatte soene as hja op it stuit dat hja neamde wurksumheid dwaan wolle, earst yn dy steat oankommen wêze soene;

- e) troch it winnen en de eksploitaasje mooglik te meitsjen fan op it grûngebiet fan in lidsteat oanwêzich grûnbesit troch in steatsboarger fan in oare lidsteat, foarsaflert de begjinsels fan kêst 39, lid 2, net oantaast wurde;
- f) troch der foar te soargjen dat yn elke yn 'e beneaming kommende bedriuwstûke de beheiningen foar de frijheid fan fêstiging oangeande sawol de betingsten foar it oprjochtsjen fan agintskippen, filialen of dochterûndernimmingsen op it grûngebiet fan in lidsteat as de betingsten foar it talitten fan it persoanel fan de haadfêstiging ta de organen fan behear of tafersjoch fan dy agintskippen, filialen of dochterûndernimmingsen njonkelytsen opheft wurde;
- g) troch, foarsaflert dat nedich is, de garânsjes te koördinearjen dy't yn de lidsteaten frege wurde fan de rjochtspersoanen yn de sin fan de twadde alinea fan kêst 54, om de belangen te beskermjen likegoed fan de dielnimmers yn dy rjochtspersoanen as fan treden, mei as doel dy garânsjes lykweardich te meitsjen;
- h) troch derfoar te soargjen dat de betingsten fan fêstiging net ferfalske wurde as gefolch fan stipemaatregels fan de lidsteaten.

*Kêst 51*  
(âld kêst 45 FEM)

De bepalingen fan dit Haadstik binne, wat de oanbelangjende lidsteat oangiet, net fan tapassing op de aktiviteiten om it iepenbier gesach yn dy steat út te oefenjen, sels as dy allinnich mar foar in bepaalde gelegenheid binne.

It Europeesk Parlemint en de Ried kinne, neffens de gewoane wetjouwingsproseduere, beslute dat de bepalingen fan dit Haadstik op bepaalde aktiviteiten net fan tapassing binne.

*Kêst 52*  
(âld kêst 46 FEM)

1. De foarskriften fan dit Haadstik en de maatregels dy't op grûn dêrfan nommen binne, dogge neat ôf oan de tapaslikheid fan de wetlike en bestjoersrjochtlike bepalingen ynhâldende de fêststelling fan in bysûndere regeling foar fjremdlingen, hokker bepalingen op grûn fan de iepenbiere oarder, de iepenbiere fêlichheid en de folkssûnens rjochtfeardige binne.

2. It Europeesk Parlemint en de Ried stelle, neffens de gewoane wetjouwingsproseduere, rjochtlinen fêst foar de koördinaasje fan de niisnearde wetlike en bestjoersrjochtlike bepalingen.

*Kêst 53*  
(âld kêst 47 FEM)

1. Om de tagong ta wurk, oars as yn leantsjinst, en it útoefenjen dêrfan makliker te meitsjen, stelle it Europeesk Parlemint en de Ried, neffens de gewoane wetjouwingsproseduere, rjochtlinen fêst oangeande de ûnderlinge erkenning fan diploma's, sertifikaten en oare titels en oangeande de koördinaasje fan de wetlike en bestjoersrjochtlike bepalingen fan de lidsteaten wat de tagong ta wurk oars as yn leantsjinst en it útoefenjen dêrfan oangiet.

2. Foar de genêskundige, paramedyske en farmaseutyske beroppen is it rjontkelytsen ôfskaffen fan de beheiningen ôfhinklik fan de koördinaasje fan de betingsten foar it útoefenjen fan dy beroppen yn de ûnderskate lidsteaten.

*Kêst 54*  
(âld kêst 48 FEM)

De fennoatskippen dy't neffens de wetjouwning fan in lidsteat oprjochte binne en dy't harren statutêre sit, haadbestjoer of haadfêstiging binnen de Uny hawwe, wurde foar it tapassen fan de bepalingen fan dit Haadstik lyksteld mei de natuerlike persoanen dy't steatsboarger binne fan de lidsteaten.

Under fennoatskippen wurde ferstien maatskippen neffens boargerlik rjocht of hannelsrjocht, de koöperative ferieningen of fennoatskippen dêrûnder begrepen, en de oare rjochtspersoanen neffens publyk- of privaatrjocht, útsein fennoatskippen dy't gjin winst op it each hawwe.

*Kêst 55*  
(âld kêst 294 FEM)

De lidsteaten jouwe steatsboargers fan de oare lidsteaten deselde behanneling as harren eigen steatsboargers as it giet om finansjele partisipaasje yn it kapitaal fan rjochtspersoanen yn de sin fan kêst 54, mei behâld fan it tapassen fan de oare bepalingen fan de Ferdraggen.

### HAADSTIK 3

### DE TSJINSTEN

*Kêst 56*  
(âld kêst 49 FEM)

Binnen it ramt fan de neikommende bepalingen binne beheiningen op it frij ferrjochtsjen fan tsjinsten binnen de Uny ferbean oangeande steatsboargers fan de lidsteaten dy't yn in oare lidsteat fêstige binne as dyjinge foar wat de tsjinst ferrjochte wurdt.

It Europeesk Parlemint en de Ried kinne, neffens de gewoane wetjouwingsproseduere, de bepalingen fan dit Haadstik fan tapassing ferklere yn it foardiel fan de steatsboargers fan in

tredde steat dy't tsjinsten ferrjochtsje en binnen de Uny fêstige binne.

*Kêst 57*  
(âld kêst 50 FEM)

Yn de sin fan de Ferdraggen wurde as tsjinsten beskôge de tsjinstferrjochtingen dêr't gewoanwei in fergoeding foar jûn wurdt, foarsafert de bepalingen, oangeande it frije ferkear fan waren, kapitaal en persoanen net op dy aktiviteiten fan tapassing binne.

De tsjinsten omfetsje benammen:

- a) aktiviteiten fan yndustrieel aard;
- b) aktiviteiten fan kommersjeel aard;
- c) aktiviteiten fan hantwurkslju;
- d) aktiviteiten yn de sfear fan de frije beroppen.

Mei behâld fan de bepalingen fan it Haadstik oangeande it rjocht fan fêstiging, kin dyjinge dy't de tsjinsten ferrjochtet, dêrta syn aktiviteiten tydlik útoefenje yn de lidsteat dêr't de tsjinst ferrjochte wurdt, ûnder deselde betingsten as dy't dy lidsteat oan syn eigen steatsboargers opleit.

*Kêst 58*  
(âld kêst 51 FEM)

1. It frije ferkear fan de tsjinsten op it mêd fan it ferfier wurdt regule troch de bepalingen dy't foarkomme yn de Titel oangeande it ferfier.
2. De liberalisaasje fan de troch banken en fersekeringsmaatskippijen ferrjochte tsjinsten dêr't kapitaalferpleatsingen mei mank gean, moat ferwêzentlike wurde neffens de liberalisaasje fan it kapitaalferkear.

*Kêst 59*  
(âld kêst 52 FEM)

1. Om de frijheid ta it ferrjochtsjen fan in bepaalde tsjinst te ferwêzentlikjen, stelle it Europeesk Parlemint en de Ried, neffens de gewoane wetjouwingsproseduere en nei rieplachtsjen fan it Ekonomysk en Sosjaal Komitee, rjochtlinen fêst.
2. De yn lid 1 neamde rjochtlinen slaan oer it generaal by foarrang op de tsjinsten dy't streekrocht fan ynfloed binne op de produksjekosten of dêr't de liberalisaasje fan bydraacht ta de befoardening fan de hannel yn waren.

*Kêst 60*  
(âld kêst 53 FEM)

De lidsteaten sette harren der foar yn om by de liberalisearring fan de tsjinsten fierder te gean as dêr't hja op grûn fan de rjochtlinen út krêft fan kêst 59 lid 1, ta ferplichte binne, at harren algemiene ekonomyske situaasje en de situaasje yn de oanbelangjende sektor dat talitte.

De Kommisje docht de oanbelangjende lidsteaten dêrta oanbefellingen.

*Kêst 61*  
(âld kêst 54 FEM)

Salang't de beheiningen op it frij ferrjochtsjen fan tsjinsten net opheft binne, passe de lidsteaten dy sûnder ûnderskiid neffens nasjonaliteit of ferbliuwplak ta op al dyjingen dy't tsjinsten ferrjochtsje lykas oantsjut yn de earste alinea fan kêst 56.

*Kêst 62*  
(âld kêst 55 FEM)

De bepalingen fan de kêsten 51 oant en mei 54 binne fan tapassing op it ûnderwerp dat yn dit Haadstik regele is.

#### HAADSTIK 4

### IT KAPITAAL- EN BETELLINGSFERKEAR

*Kêst 63*  
(âld kêst 56 FEM)

1. Yn it ramt fan de bepalingen fan dit Haadstik binne alle beheiningen fan it kapitaalferkear tusken de lidsteaten ûnderinoar en ek tusken lidsteaten en tredde lannen ferbean.
2. Yn it ramt fan de bepalingen fan dit Haadstik binne alle beheiningen fan it betellingsferkear tusken de lidsteaten ûnderinoar en ek tusken lidsteaten en tredde lannen ferbean.

*Kêst 64*  
(âld kêst 57 FEM)

1. Itjinge dat bepaald is yn kêst 63 rekket net oan de tapassing op tredde lannen fan beheiningen dy't op 31 desimber 1993 op grûn fan it nasjonale rjocht of it rjocht fan de Uny oangeande it kapitaalferkear nei of út tredde lannen yn ferbân mei direkte ynvestearringen - dêrby ynbegrepen ynvestearringen yn ûnreplik guod -, fêstiging, it ferrjochtsjen fan finansjele tsjinsten of it talitten fan weardepapieren ta de kapitaalmerken. Foar beheiningen op grûn fan nasjonaal rjocht yn Bulgarije, Estlân en Hongarije jildt as datum 31 desimber 1999.

2. Hoewol't it Europeesk Parlemint en de Ried besykje om safolle mooglik de doelstelling fan in frij kapitaalferkear tusken lidsteaten en tredde lannen te ferwêzentlikjen, stelle hja, mei behâld fan itjinge dat bepaald is yn de oare haadstikken fan de Ferdraggen, neffens de gewoane wetjouwingsproseduere maatregels fêst oangeande it kapitaal ferkear nei of út tredde lannen yn ferbân mei direkte ynvestearingen – dêrby ynbegrepen ynvestearingen yn ûnreplik guod –, fêstiging, it ferrjochtsjen fan finansjele tsjinsten of it talitten fan weardepapieren ta de kapitaalmerken.

3. Yn ôfwiking fan lid 2 kin allinnich de Ried, neffens in bysûndere wetjouwingsproseduere, mei ienriedigens fan stimmen en nei rieplachtsjen fan it Europeesk Parlemint, maatregels fêststelle dy't yn it rjocht fan de Uny in efterûtgong op it mêd fan de liberalisearing fan it kapitaalferkear nei of út tredde lannen foarmje.

*Kêst 65*  
(âld kêst 58 FEM)

1. Itjinge dat bepaald is yn kêst 63 docht neat ôf oan it rjocht fan de lidsteaten:

- a) om de oanbelangende bepalingen fan harren belestingwetjouwung ta te passen dy't ûnderskied meitsje tusken belestingplichtigen dy't net yn deselde situaasje ferkeare oangeande harren fêstigingsplak of it plak dêr't harren kapitaal belein is;
- b) alle needsaaklike maatregels te nimmen om oertrêdingen fan de nasjonale wetten en foarskriften tsjin te gean, benammen op fiskaal mêd en oangeande it bedriuwsekonoomysk tafersjoch op finansjele ynstellingen, of te foarsjen yn prosedueres foar it meidielen fan kapitaalbewegingen oan de oerheid of foar statistyske doelen, of maatregels te nimmen dy't op grûn fan de iepenbiere oarder of de iepenbiere feilichheid rjochtfearde ge binne.

2. De bepalingen fan dit Haadstik gripe net yn op de tapasberheid fan beheiningen oangeande it rjocht fan fêstiging dy't ferienichber binne mei de Ferdraggen.

3. De yn de lidden 1 en 2 neamde maatregels en prosedueres mei e gjin middel ta willekeurige diskriminaasje ynhâlde, noch in ferhoalen beheining fan it frije kapitaal- en betellingsferkear lykas omskreaun yn kêst 63.

4. By it ûntbrekken fan maatregels neffens kêst 64, lid 3, kin de Kommisje, of, yn it gefal fan it ûntbrekken fan in beslút fan de Kommisje binnen trije moanne nei it yntsjinjen fan it fersyk troch de oanbelangende lidsteat, kin de Ried in beslút fêststelle dêr't yn bepaald wurdt dat behinende belestingmaatregels dy't troch in lidsteat foar ien of mear tredde lannen oer nommen binne, ferienichber achte wurde mei de Ferdraggen, foarsafier't dy strike mei de doelstellingen fan de Uny en ferienichber binne mei de goede wurking fan de ynterne merk. De Ried beslút mei ienriedigens fan stimmen, op fersyk fan in lidsteat.

*Kêst 66*  
(âld kêst 59 FEM)

Wannear't yn útsûnderlike omstannichheden it kapitaalferkear nei of út tredde lannen slimme swierrichheden feroarsaket of driget te feroarsakjen foar de wurking fan de Ekonomyske en Monetêre Uny, kin de Ried, op útstel fan de Kommisje en nei rieplachtsjen fan de Europeeske Sintrale Bank, oangeande tredde lannen frijwarringsmaatregels nimme foar in perioade fan op syn heechst seis moanne, as dy maatregels perfoarst needsaaklik binne.

TITEL V

DE ROMTE FAN FRIJHEID, FEILICHHEID EN RJOCHT

HAADSTIK 1

ALGEMIENE BEPALINGEN

*Kêst 67*  
(âld kêst 61 FEM en âld kêst 29 FEU)

1. De Uny is in romte fan frijheid, feilichheid en rjocht, dêrt de grûnrjochten en de ûnderskate rjochtsstelsels en -tradysjes fan de lidsteaten yn earbiedige wurde.
2. De Uny soarget derfoar dat oan de binnengrinzen gjin persoanekonstrôles útfierd wurde en hy ûntwikkelet in mienskiplik belied op it mêd fan asyl, ymmigraasje en kontrôle oan de bûtengrinzen, dat basearre is op solidariteit tusken de lidsteaten en dat billik is wat de steatsboargers fan tredde lannen oanbelanget. Foar it tapassen fan dizze Titel wurde steateleaze persoanen behannele as steatsboargers fan tredde lannen.
3. De Uny strjebbet dernei om in heech nivo fan feilichheid te garandearjen, troch de wei fan maatregels mei as doel it tefoaren kommen en bestriden fan kriminaliteit, en ek fan rasisme en frjemdlingehaat, maatregels oangeande koördinaasje en gearwurking tusken de polisjele en justisjele autoriteiten yn strafsaken en oare foechhawwende autoriteiten, en ek troch de wjersidige erkenning fan rjochterlike beslissingen yn strafsaken en, as dat nedich is, troch de ûnderlinge oanpassing fan de strafwetjouwingen.
4. De Uny makket de tagong ta de rjochter makliker, benammen troch it begjnsel fan wjersidige erkenning fan gerjochtlike en bûtengerjochtlike beslissingen yn boargerlike saken.

*Kêst 68*

De Europeeske Ried stelt de strategyske rjochtsnoeren fan de wetjaande en operasjonele programmearring yn de romte fan frijheid, feilichheid en rjocht fêst.



#### *Kêst 69*

Oangeande de wetjouwingsútstellen en -inisyativen dy't yntsjinne wurde yn it ramt fan de Haadstikken 4 en 5 sjogge de nasjonale parleminten derop ta dat it subsidiariteitsbegjinsel earbiedige wurdt, neffens it Protokol oangeande it tapassen fan de begjinsels fan subsidiariteit en evenredichheid.

#### *Kêst 70*

Mei behâld fan de kêsten 258, 259 en 260 kin de Ried, op útstel fan de Kommisje, maatregels fêststelle dy't bepale dat de lidsteaten yn gearwurking mei de Kommisje in objektive en ûnpartidige evaluaasje fan de útfiering, troch de autoriteiten fan de lidsteaten, fan it ûnder dizze Titel fallende belied fan de Uny ferrjochtsje, benammen om de folleine tapassing te befoarderjen fan it begjinsel fan wjersidige erkenning. It Europeesk Parlemint en de nasjonale parleminten wurde op 'e hichte brocht fan de ynhâld en de resultaten fan dy evaluaasje.

#### *Kêst 71*

(âld kêst 36 FEU)

Binnen de Ried wurdt in permanint komitee oprjochte om derfoar te soargen dat binnen de Uny de operasjonele gearwurking op it mêd fan de binnenlânske feilichheid befoardere en fersterke wurdt. Mei behâld fan kêst 240 befoarderet it komitee de koördinaasje fan it hanneljen fan de foechhawwende autoriteiten fan de lidsteaten. De fertsjintwurdigers fan de oanbelangjende organen en ynstânsjes fan de Uny kinne yn it wurk fan it komitee behelle wurde. It Europeesk Parlemint en de nasjonale parleminten wurde oer dat wurk ynformearre.

#### *Kêst 72*

(âld kêst 64, lid 1, FEM en âld kêst 33 FEU)

Dizze Titel lit it útoefenjen fan de ferantwurdlikheid fan de lidsteaten foar it hanthavenjen fan de iepenbiere oarder en it beskermjen fan de binnenlânske feilichheid ûnferoarre.

#### *Kêst 73*

It stiet de lidsteaten frij om ûnderinoar en yn eigen ferantwurdlikheid foarmen fan gearwurking en koördinaasje te organisearjen sa't hja it passend achtsje tusken harren foechhawwende oerheidstsjinsten dy't ferantwurdlik binne foar it garandearjen fan de nasjonale feilichheid.

#### *Kêst 74*

(âld kêst 66 FEM)

De Ried stelt maatregels fêst foar de administrative gearwurking tusken de tsjinsten fan de lidsteaten dy't befoege binne op de ûnder dizze Titel fallende mêden, en tusken dy tsjinsten en de Kommisje. De Ried beslút op útstel fan de Kommisje, ûnder foarbehâld fan kêst 76, en nei rieplachtsjen fan it Europeesk Parlemint.

*Kêst 75*  
(âld kêst 60 FEM)

As soks needsaaklik is om de yn kêst 67 neamde doelstellingen te ferwêzentlikjen, oangeande de previnsje en it bestriden fan terrorisme en besibbe aktiviteiten, stelle it Europeesk Parlemint en de Ried, neffens de gewoane wetjouwingsproseduere, troch de wei fan feroarderingen in ramt fêst foar behearmaatregels oangeande it kapitaal- en betellingsferkear, lykas it befnezen fan tegoeden, finansjele aktiva of ekonomyske baten dêr't de besitters, de eigners of de hâlders natuerlike persoanen, rjochtpersoanen of net-steatlike groepen of entiteiten fan binne.

De Ried stelt, op útstel fan de Kommisje, maatregels fêst om it ramt útfiere te kinnen dat yn de earste alinea neamd is.

De rjochtshannelingen dyt yn dit kêst neamd binne, befetsje de nedige bepalingen oangeande juridyske garânsjes.

*Kêst 76*

De rjochtshannelingen, neamd yn de Haadstikken 4 en 5, en ek de maatregels, neamd yn kêst 74, om regels fêst te stellen foar administratieve gearwurking op de ûnder dy haadstikken fallende mêden, wurde fêststeld:

- a) op útstel fan de Kommisje, of
- b) op inisjatyf fan in fjirdepart fan de lidsteaten.

HAADSTIK 2

BELIED OANGEANDE GRINSKONTRÔLES, ASYL EN YMMIGRAASJE

*Kêst 77*  
(âld kêst 62 FEM)

1. De Uny ûntwikkelet in belied dat ta doel hat om:

- a) te garandearjen dat persoanen, likefolle wat haren nasjonaliteit is, net kontrolearre wurde as se oer de binnengrinzen hinne gear;
- b) te soargjen foar persoanekontrôle en effisjinte kontrôle by it oer de bûtengrinzen hinne gear;
- c) njonkelytsen in yntegrearre systeem foar it behear fan de bûtengrinzen op te setten.

2. Foar it tapassen fan lid 1 stelle it Europeesk Parlemint en de Ried, neffens de gewoane wetjouwingsproseduere, maatregels fêst foar:

- a) it mienskiplik belied oangeande fisa en oare ferbliuwstitels fan koarte doer;
- b) de kontrôles dêr't persoanen oan ûnderwurpen wurde as se oer de bûtengrinzen hinne gean;
- c) de betingsten dêr't steatsboargers fan tredde lannen foar in koarte perioade frij yn de Uny ûnder reizgje kinne;
- d) alle maatregels dy't nedich binne om njonkelytsen in yntegrearre systeem foar it behear fan de bûtengrinzen yn te fieren;
- e) it ôfskaffen fan de kontrôle fan persoanen, likefolle wat harren nasjonaliteit is, as se oer de binnengrinzen hinne gean.

3. As bliken docht dat hanneljen fan de Uny needsaaklik is om it útoefenje fan it yn kêst 20, lid 2, ûnder a) neamde rjocht makliker te meitsjen, kin de Ried, neffens in bysûndere wetjouwingsproseduere, bepalingen oangeande paspoarten, identiteitskaarten, ferbluwstergunningen en dêrmei lykstelde dokuminten fêststelle, of it moast wêze dat de Ferdraggen foarsjogge yn de foegen dêrta. De Ried beslút mei ienriedigens fan stimmen, nei rieplachtsjen fan it Europeesk Parlemint.

4. Dit kêst lit it foech fan de lidsteaten oangeande de geografyske ôfbeakening fan harren grinzen neffens it ynternasjonale rjocht ûnteroare.

#### *Kêst 78*

(âlde kêsten 63, punten 1 en 2, en 64, lid 2, FEM)

1. De Uny ûntwikkelet in mienskiplik belied oangeande asyl, subsidiêre beskerming en tydlike beskerming, om elke steatsboarger fan in tredde lân dy't ynternasjonale beskerming nedich hat, in passende status te jaan en it neilibjen fan it begjinsel fan *non-refoulement* te garandearjen. Dat belied moat neffens it Ferdrach fan Genève fan 28 july 1951 en it Protokol fan 31 jannewans 1967 oangeande de status fan flechtlingen wêze en ek neffens de oare tapaslike ferdraggen.

2. Foar it tapassen fan lid 1 stelle it Europeesk Parlemint en de Ried, neffens de gewoane wetjouwingsproseduere, maatregels fêst foar in mienskiplik Europeesk asylstelsel; dat omfettet:

- a) in unifoarme asylstatus foar steatsboargers fan tredde lannen dy't yn de hiele Uny jildt;
- b) in unifoarme subsidiêre-beskermingsstatus foar steatsboargers fan tredde lannen dy't, as hja gjin Europeesk asyl knije, ynternasjonale beskerming nedich hawwe;
- c) in mienskiplik stelsel foar tydlike beskerming fan ferdreaune perosanen yn it gefal fan in massale tastream;
- d) mienskiplike prosedueres foar it takennen of ynlûken fan de unifoarme status fan asyl of fan subsidiêre beskerming;

- e) kritearia en ynstruminten foar it fêststellen fan de lidsteat dy't ferantwurdlik is foar it behanneljen fan in asylfersyk of fan in fersyk om subsidiêre beskerming;
- f) noamen de betingsten oanbelangjend oangeande de optfang fan asylsikers of foar oanfregers fan subsidiêre beskerming;
- g) partnerskip en gearwurking mei tredde lannen om de streamen fan asylsikers of oanfregers fan subsidiêre of tydlike beskerming te behearskjen.

3. As ien of mear lidsteaten as gefolch fan in hommelse tastream fan steatsboargers fan tredde lannen yn in needsituaasje bedarje, kin de Ried, op útstel fan de Kommisje, foarnedige maatregels yn it foardiel fan de oanbelangjende lidsteat of lidsteaten fêststelle. De Ried beslút nei rieplachtsjen fan it Europeesk Parlemint.

*Kêst 79*  
(âld kêst 63, punten 3 en 4, FEM)

1. De Uny ûntwikkelet in mienskiplik ymmigraasjebeleid, dat derop rjochte is om yn alle stadia te soargjen foar in effisjint behear fan de migraasjestreamen, in billike behanneling fan steatsboargers fan tredde lannen dy't legaal op it grûngebiet fan de lidsteaten tahâlde, en foar previnsje en in yntinsivere bestiding fan ylleagle ymmigraasje en minskehannel.

2. Foar it tapassen fan lid 1 stelle it Europeesk Parlemint en de Ried, neffens de gewoane wetjouwingsproseduere, maatregels fêst foar de folgjende mêden:

- a) de betingsten foar tagong en ferbliuw, en noamen oangeande de ôfjette troch de lidsteaten fan langrinnende fisa en ferbliuwstitels, ûnder oaren mei it each op it wer ferienigjen fan de húshâlding;
- b) de omskriuwing fan de rjochten fan steatsboargers fan tredde lannen dy't legaal yn in lidsteat tahâlde, en ek de betingsten foar it regeljen fan it frije ferkear en it frije ferbliuw yn oare lidsteaten;
- c) ylleagle ymmigraasje en ylleaal ferbliuw, dêrby ynbegrepen it útsetten en repatriearjen fan ylleaal tahâldende persoanen;
- d) bestriding fan minskehannel, benammen hannel yn froulju en bern.

3. De Uny kin oerienkomsten slute mei tredde lannen dy't ta doel hawwe om steatsboargers fan tredde lannen dy't net of net mear foldogge oan de betingsten foar binnenkomst, oanwêzigheid of ferbliuw op it grûngebiet fan ien fan de lidsteaten, wer ta litten yn it lân fan oarsprong of komôf

4. It Europeesk Parlemint en de Ried kinne, neffens de gewoane wetjouwingsproseduere, maatregels fêststelle om it hanneljen fan de lidsteaten rjochte op de yntegraasje fan steatsboargers fan tredde lannen dy't legaal op harren grûngebiet tahâlde te befoarderjen en te styppen, sûnderdat

der sprake is fan likefolle hokker foarm fan harmonisearing fan de wetlike en bestjoersjochtlike bepalingen fan de lidsteaten.

5. Dit kêst lit it rjocht fan de lidsteaten ûnferoare om sels te bepalen hoefolle steatsboargers fan tredde lannen talitten wurde dy't út tredde lannen nei ta harren grûngebiet takomme om dêr al of net yn leantsjinst wurk te dwaan.

#### *Kêst 80*

Foar it belied fan de Uny dat ûnder dit Haadstik falt en foar de útfiering dêrfan jilde de begjinsels fan solidariteit en billike ferdieling fan de ferantwurdlikheden tusken de lidsteaten, ek op finansjeel mêd. De rjochtshannelingen fan de Uny dy't op grûn fan dit Haadstik fêststeld wurde, befetsje hieltyd wannear't soks nedich is, passende bepalingen foar it tapassen fan dat begjinsel.

### HAADSTIK 3

#### JUSTISJELE GEARWURKING YN BOARGERLIKE SAKEN

#### *Kêst 81* (âld kêst 65 FEM)

1. De Uny ûntwikkelet in justisjele gearwurking yn boargerlike saken dy't gefolgen oer de grinzen hinne hat en dy't berêst op it begjinsel fan wjersidige erkenning fan rjochterlike beslissingen en fan beslissingen yn bûtengerjochtlike saken. Dy gearwurking kin maatregels omfetsje om de wetlike en bestjoersjochtlike bepalingen fan de lidsteaten oan te passen.
2. Foar de tapassing fan lid 1 stelle it Europeesk Parlemint en de Ried neffens de gewoane wetjouwingsproseduere, benammen wannear't dat nedich is foar de goede wurking fan de ynterne merk, maatregels fêst dy't noed stean moatte foar:
  - a) de wjersidige erkenning tusken de lidsteaten fan rjochterlike beslissingen en beslissingen yn bûtengerjochtlike saken en ek de útfiering dêrfan;
  - b) it oer de grinzen hinne betekenjen en besoargjen fan gerjochtlike en bûtengerjochtlike stikken;
  - c) de ferienichberheid fan de yn de lidsteaten jildende regels oangeande botsende wetjouwing en jurisdiksjes;
  - d) gearwurking by it sammeljen fan bewiismiddels;
  - e) effektive tagong ta de rjochter;
  - f) it weinimmen fan de behinderings foar de goede wurking fan sivylerjochtlike prosedueres, as it nedich is troch it befoarderjen fan de ferienichberens fan de yn de

lidsteaten jildende bepalingen oangeande boargerlike rjochtsfoarderding;

- g) it ûntwikkeljen fan alternative metoaden foar it bylizzen fan skelen;
- h) it stypjen fan de oplieding fan magistraten en justisjeel persoanen.

3. Yn ôfwiking fan lid 2, wurde maatregels oangeande it famyljerjocht, mei gefolgen oer de grinzjen hinne, fêststeld troch de Ried, dy't neffens in bysûndere wetjouwingsproseduere beslút. De Ried beslút mei iennedigens fan stimmen, nei rieplachtsjen fan it Europeesk Parlemint.

De Ried kin, op útstel fan de Kommisje, troch in beslút fêststelle hokker aspekten fan it famyljerjocht, mei gefolgen oer de grinzjen hinne, ûnderwerp wêze kinne fan rjochtshannelingen dy't neffens de gewoane wetjouwingsproseduere fêststeld wurde. De Ried beslút mei iennedigens fan stimmen, nei rieplachtsjen fan it Europeesk Parlemint.

It yn de twadde alinea neamde útstel wurdt oan de nasjonale parleminten tastjoerd. As binnen in termyn fan seis moanne nei it tastjoeren troch in nasjonaal parlemint dêr kapse op makke wurdt, is it beslút net fêststeld. As der gjin kapse op makke wurdt, kin de Ried it beslút fêststelle.

#### HAADSTIK 4

### JUSTISJELE GEARWURKING YN STRAFSAKEN

#### *Kêst 82* (âld kêst 31 FEU)

1. De justisjele gearwurking yn strafsaken yn de Uny berêst op it begjinsel fan wjersidige erkenning fan rjochterlike útspraken en beslissingen en omfettet de ûnderlinge oanpassing fan de wetlike en bestjoersjochtlike bepalingen fan de lidsteaten op de yn lid 2 en kêst 83 neamde mêden.

It Europeesk Parlemint en de Ried stelle, neffens de gewoane wetjouwingsproseduere, maatregels fêst mei as doel om:

- a) regels en prosedueres fêst te lizzen dêr't alle soarten fan fonnissen en rjochterlike beslissingen yn de hiele Uny mei erkend wurde;
- b) skelen oer jurisdiksje tusken de lidsteaten foar te kommen en op te lossen;
- c) de oplieding fan magistraten en justisjeel persoanen te stypjen;
- d) yn it ramt fan strafferfolging en útfiering fan beslissingen de gearwurking tusken de justisjele of flikweardige autoriteiten fan de lidsteaten te befoarderjen.

2. Foarsafier't it nedich is om de wjersidige erkenning fan fonnissen en rjochterlike beslissingen

en fan de polisjonele en justisjele gearwurking yn strafsaken mei in diminsje oer de grinzen hinne te befoarderjen, kinne it Europeesk Parlemint en de Ried, neffens de gewoane wetjouwingsproseduere, troch de wei fan rjochtlinen minimumfoarskriften fêststelle. Yn dy minimumfoarskriften wurdt rekken holden mei de ferskillen tusken de rjochtstradysjes en rjochtsstelsels fan de lidsteaten.

Dy minimumfoarskriften slaan op:

- a) de wjersidige talibereens fan bewiis tusken de lidsteaten;
- b) de rjochten fan persoanen yn de straffoarding;
- c) de rjochten fan slachtoffers fan misdriuwen;
- d) oare spesifike eleminten fan de straffoarding, dy't troch de Ried yn 't foar troch in beslút bepaald wurde. Foar it oannimmen fan dat beslút, beslút de Ried mei ienriedigens fan stimmen, nei goedkarring troch it Europeesk Parlemint.

De fêststelling fan de minimumfoarskriften neffens dit lid kinne de lidsteaten net tsjinhâlde om in heger nivo fan beskerming foar persoanen te hanthavenjen of yn te fieren.

3. Wannear't in lid fan de Ried fan betinken is dat in yn lid 2 neamde ûntwerp-rjochtline reitsje soe oan fûnemintele aspekten fan syn strafjochtstelsel, kin er fersykje dat it ûntwerp oan de Europeeske Ried foarlein wurdt. Yn dat gefal wurdt de gewoane wetjouwingsproseduere opskood. Nei besprek, en yn it gefal fan konsensus, ferwiist de Europeeske Ried, binnen fjouwer moanne nei dy ûnderbrekking it ûntwerp werom nei de Ried; dêrtroch wurdt de ûnderbrekking fan de gewoane wetjouwingsproseduere beëindige.

Binnen deselde termyn, yn it gefal fan ferskil fan miening en as op syn minst njoggen lidsteaten in hechtere gearwurking oangean wolle op grûn fan de oanbelangjende ûntwerp-rjochtline, bringe hja it Europeesk Parlemint, de Ried en de Kommisje dêrfan op 'e hichte. Yn dat gefal wurdt de yn de kâsten 20, lid 2, fan it Ferdrach oangeande de Europeeske Uny en 329, lid 1, fan dit Ferdrach neamde machtiging ta hechtere gearwurking achte jûn te wêzen en binne de bepalingen oangeande hechtere gearwurking fan tapassing.

*Kêst 83*  
(âld kêst 31 FEU)

1. It Europeesk Parlemint en de Ried kinne, neffens de gewoane wetjouwingsproseduere, troch de wei fan rjochtlinen minimumfoarskriften fêststelle oangeande de bepaling fan strafbere feiten en sanksjes yn ferbân mei foarmen fan bysûnder swiere kriminaliteit mei in diminsje oer de grinzen hinne dy't folget út it aard of de gefolgen fan dy strafbere feiten of út in bysûndere needsaak om dy mienskiplike basis te bestriden.

It giet om de nekkommende foarmen fan kriminaliteit: terrorisme, minskehannel en seksueel misbrûk fan froulju en bern, yllegale drugshannel, yllegale wapenhannel, it wytwaskjen fan jild, korrupsje, it ferfalskjen fan betelmiddels, kompjûterkriminaliteit en de organisearre kriminaliteit.

Offhinklik fan de ûntjouwingsen yn de kriminaliteit kin de Ried troch in beslút fêststelle, hokker oare foarmen fan kriminaliteit oan de kritearia foldogge dy't yn dit lid neamd wurde. De Ried beslút mei ienriedigens fan stimmen, nei goedkarring troch it Europeesk Parlemint.

2. As bliken docht dat ûnderlinge oanpassing fan de wetlike en bestjoersrjochtlike bepalingen fan de lidsteaten op it mêd fan it strafjocht nedich is foar in effektive útfiering fan belied fan de Uny op in mêd dêr't harmonisaasjemaatregels foar fêststeld binne, kinne troch de wei fan rjochtlinen minimumfoarskriften fêststeld wurde oangeande de bepaling fan strafbere feiten en de sanksjes op it oanbelangjende mêd. Mei behâld fan kêst 76 wurde dy rjochtlinen fêststeld neffens de gewoane of in bysûndere wetjouwingsproseduere dy't itselde is as de proseduere foar it fêststellen fan de oanbelangjende harmonisaasjemaatregels.

3. Wannear't in lid fan de Ried fan betinken is dat in yn de lidden 1 en 2 neamde rjochtline reitsje soe oan fûnemintele aspekten fan syn strafjochtstelsel, kin er fersykje om it ûntwerp oan de Europeeske Ried foar te lizzen. Yn dat gefal wurdt de gewoane wetjouwingsproseduere opskood. Nei besprek, en yn it gefal fan konsensus, ferwiist de Europeeske Ried, binnen fjouwer moanne nei dy ûnderbrekking it ûntwerp werom nei de Ried, en dêrtroch wurdt de ûnderbrekking fan de gewoane wetjouwingsproseduere beëindige.

Binnen deselde termyn, yn it gefal fan ferskil fan miening en as op syn minst njoggen lidsteaten in hechtere gearwurking oangean wolle op grûn fan de oanbelangjende ûntwerp-rjochtline, bringe hja it Europeesk Parlemint, de Ried en de Kommisje dêrfan op 'e hichte. Yn dat gefal wurdt de yn kêst 20, lid 2, fan it Ferdrach oangeande de Europeeske Uny en yn kêst 329, lid 1, fan dit Ferdrach neamde machtiging ta hechtere gearwurking achte jûn te wêzen en binne de bepalingen oangeande hechtere gearwurking fan tapassing.

#### *Kêst 84*

It Europeesk Parlemint en de Ried kinne, neffens de gewoane wetjouwingsproseduere, maatregels fêststelle om it hanneljen fan de lidsteaten op it mêd fan misdreppensje te stimulearjen en te stypjen, sûnderdat der sprake is fan likefolle hokker foarm fan harmonisearring fan de wetlike en bestjoersrjochtlike bepalingen fan de lidsteaten.

#### *Kêst 85*

1. Eurojust hat de opdracht om de koördinaasje en de gearwurking tusken de nasjonale autoriteiten dy't belêstige binne mei it ûndersyk en de ferfolging fan swiere kriminaliteit te stypjen en fersterkjen, as dy skea docht oan ien of mear lidsteaten of in ferfolging op mienskiplike basis needsaaklik makket; Eurojust basearret him dêrby op de troch de autoriteiten fan de lidsteaten en Europol útfierde operaasjes en op de ynformaasje dy't levere is.

Yn dat ramt bepale it Europeesk Parlemint en de Ried, neffens de gewoane wetjouwingsproseduere, troch de wei fan feroarderingsen de struktuer, de wurking, it wurkterrean en de taken fan Eurojust. Dy taken kinne it folgjende omfetsje:

a) it ynliden fan strafjochtlik ûndersyk en ek útstellen ta it ynliden fan ferfolging troch de



foechhawwende nasjonale autoriteiten, benammen yn ferbân mei strafbere feiten dy't de finansjele belangen fan de Uny skea dogge;

- b) de koördinaasje fan ûndersyk en ferfolging lykas neamd ûnder a);
- c) de fersterking fan de justisjele gearwurking, benammen troch it oplossen fan kompetinsjekonflikten oer wa't de jurisdiksje hat, en troch hechtere gearwurking mei it Europeesk justisjeel netwurk.

Yn dy feroarderingen wurdt boppedat bepaald hoe't it Europeesk Parlemint en de nasjonale parleminten by de evaluaasje fan de aktiviteiten fan Eurojust behelle wurde.

2. Yn it ramt fan strafferfolging, lykas omskreaun yn lid 1, en mei behâld fan kêst 86, wurde de formele hannelingen yn ferbân mei de gerjochtlike proseduere útfierd troch de dêrfoar ferantwurdlike nasjonale funksjonarissen.

#### *Kêst 86*

1. Om strafbere feiten te bestriden dy't de finansjele belangen fan de Uny skea dogge, kin de Ried op de grûnslach fan Eurojust, neffens in bysûndere wetjouwingsproseduere, troch de wei fan feroarderingen in Europeesk iepenbier ministearje ynstelle. De Ried beslút mei iennedigens fan stimmen, nei goedkarring troch it Europeesk Parlemint.

Is der gjin iennedigens, dan kin in groep fan op syn minst njoggen lidsteaten fersykje dat it ûntwerp fan feroardering oan de Europeeske Ried foarlein wurdt. Yn dat gefal wurdt de proseduere yn de Ried opskood. Nei besprek, en yn it gefal fan konsensus, ferwiist de Europeeske Ried, binnen fjouwer moanne nei dy ûnderbrekking, it ûntwerp foar akkoart werom nei de Ried.

Yn it gefal fan ferskil fan miening en as op syn minst njoggen lidsteaten in hechtere gearwurking oangean wolle op grûn fan de oanbelangjende ûntwerp-feroardering, bringe hja, binnen dyselde termyn, it Europeesk Parlemint, de Ried en de Kommisje dêrfan op 'e hichte. Yn dat gefal wurdt de machtiging ta hechtere gearwurking achte jûn te wêzen neffens kêst 20, lid 2, fan it Ferdrach oangeande de Europeeske Uny en neffens kêst 329, lid 1, fan dit Ferdrach en binne de bepalingen oangeande de hechtere gearwurking fan tapassing.

2. It Europeesk iepenbier ministearje hat, eventueel yn gearwurking mei Europol, it foech om dieners fan en handiedigen oan strafbere feiten dy't de finansjele belangen fan de Uny, lykas omskreaun yn de yn lid 1 neamde feroarderingen, skea dogge, op te spoaren, te ferfoljen en foar it gerjocht te bringen. It Europeesk iepenbier ministearje is belêstige mei de rjochtsfoardering foar de foechhawwende rjochterlike ynstânsjes fan de lidsteaten yn ferbân mei dy strafbere feiten.

3. It Statút fan it Europeesk iepenbier ministearje, de betingsten foar it útoefenjen fan syn funksjes, de foar syn aktiviteiten jildende prosedurebetingsten en de foarskriften oangeande de talibereins fan bewiis likegoed as dy foar de rjochterlike hifking fan de prosedurele hannelingen dy't it yn it útoefenjen fan syn funksjes ferjochtet, wurde troch de wei fan de feroarderingen, neamd yn lid 1, fêststeld.

4. De Europeeske Ried kin, tagelyk of letter, in beslút fêststelle ta feroaring fan lid 1, om de foegen fan it Europeesk iepenbier ministearje by de bestriding fan slimme kriminaliteit mei in diminsje oer de grinzen hinne út te wreidzjen en, as gefolch dêrfan, ta feroaring fan lid 2 oangeande de plegers fan en handiedigen oan swere misdriuwen dy't ferskate lidsteaten skea dogge. De Ried beslút mei ienriedigens fan stimmen, nei goedkarring troch it Europeesk Parlemint en nei rieplachtsjen fan de Kommisje.

## HAADSTIK 5

### POLISJELE GEARWURKING

#### *Kêst 87* (âld kêst 30 FEU)

1. De Uny ûntwikkelet in foarm fan polisjele gearwurking dêr't alle foechhawwende autoriteiten fan de lidsteaten by belutsen binne, dêrby ynbegrepen de plysje, de dûane en oare spesjalisearre tsjinsten foar wetshandhaving dy't belêstige binne mei it tefoaren kommen, opsporen en ûndersykjen fan strafbere feiten.

2. Foar it tapassen fan lid 1 stelle it Europeesk Parlemint en de Ried neffens de gewoane wetjouwingsproseduere maatregels fêst foar:

- a) it sammeljen, opslaan, ferwurkjen, analysearjen en útwikseljen fan relevante ynformaasje;
- b) stipe foar de oplieding fan persoanen, en ek gearwurking oangeande it útwikseljen fan persoanen, apparatuer en ûndersyk op it mêd fan kriminalistyk;
- c) menskiplike ûndersykstechniken foar it opsporen fan slimme foarmen fan organisearre kriminaliteit.

3. De Ried kin, neffens in bysûndere wetjouwingsproseduere, maatregels fêststelle oangeande de operasjonele gearwurking tusken de yn dit kêst neamde autoriteiten. De Ried beslút mei ienriedigens fan stimmen, nei rieplachtsjen fan it Europeesk Parlemint.

Is der gjin ienriedigens, dan kin in groep fan op syn minst njoggen lidsteaten fersykje dat de ûntwerp-maatregels oan de Europeeske Ried foarlein wurdt. Yn dat gefal wurdt de proseduere yn de Ried opskood. Nei besprek, en yn it gefal fan konsensus, ferwiist de Europeeske Ried, binnen fjouwer moanne nei dy ûnderbrekking, it ûntwerp foar akkoart werom nei de Ried.

Binnen deselde termyn, yn it gefal fan ferskil fan miening en as op syn minst njoggen lidsteaten in hechtere gearwurking oangean wolle op grûn fan de oanbelangjende ûntwerp-maatregels, bringe hja it Europeesk Parlemint, de Ried en de Kommisje dêrfan op 'e hichte. Yn dat gefal wurdt de machtiging ta hechtere gearwurking achte jûn te wêzen neffens kêst 20, lid 2, fan it Ferdrach oangeande de Europeeske Uny en neffens kêst 329, lid 1, fan dit Ferdrach en binne de

bepalingen oangeande hechtere gearwurking fan tapassing.

De bysûndere proseduere neffens de twadde en tredde alinea jildt net foar rjochtshannelingen dy't in ûntwikkeling foarmje fan de Schengen-regels.

*Kêst 88*  
(âld kêst 30 FEU)

1. De opdracht fan Europol is it stypjen en fuortsterkjen fan it hanneljen fan de plysjeinstânsjes en oare wetshandhavingstsjinsten fan de lidsteaten, en ek fan harren ûnderlinge gearwurking by it tefoaren kommen en bestriden fan swiere kriminaliteit dêr't twa of mear lidsteaten troch troffen wurde, fan terrorisme en fan foarmen fan kriminaliteit dy't in skeining ynhâlde fan in mienskiplik belang dat ta it belied fan de Uny heart.

2. It Europeesk Parlemint en de Ried stelle, neffens de gewoane wetjouwingsproseduere, troch de wei fan feroarderingen de struktuer, de wurking, it wurkterrein en de taken fan Europol fêst. Dy taken kinne it folgjende omfetsje:

- a) it sammeljen, opslaan, ferwurkjen, analysearjen en útwikseljen fan ynformaasje dy't benammen troch de autoriteiten fan de lidsteaten of fan tredde lannen of ynstânsjes jûn wurdt;
- b) it koördinearjen, organisearjen en útfieren fan ûndersiken en operasjonele aksjes, dy't yn 'e mande mei de foechhawwende autoriteiten fan de lidsteaten of yn mienskiplike ûndersykstiims útfierd wurde, eventueel yn gearwurking mei Eurojust.

Troch de wei fan dy feroardeningen wurdt boppedat bepaald op hokker waze de aktiviteiten fan Europol troch it Europeesk Parlemint, yn 'e mande mei de nasjonale parleminten, kontrolearre wurde.

3. Elke operasjonele aksje fan Europol moat útfierd wurde yn oerlis en oerienstimming mei de autoriteiten fan de lidsteat of de lidsteaten op waans grûngebiet de aksje útfierd wurdt. Oer it brûken fan twangmiddels beslisse allinnich de foechhawwende nasjonale autoriteiten.

*Kêst 89*  
(âld kêst 32 FEU)

De Ried stelt, neffens in bysûndere wetjouwingsproseduere, fêst ûnder hokker betingsten en binnen hokker beheiningen de yn de kâsten 82 en 87 neamde ferantwurdlike autoriteiten fan de lidsteaten op it grûngebiet fan in oare lidsteat yn oerlis en yn oerienstimming mei de autoriteiten fan dy steat hannelje meie. De Ried beslút mei ienriedigens fan stimmen, nei rieplachtsjen fan it Europeesk Parlemint.

## TITEL VI

### FERFIER

*Kêst 90*  
(âld kêst 70 FEM)

De doelstellingen fan de Ferdraggen wurde, wat it yn dizze Titел regele ûnderwerp oangiet, neistribbe yn it rânt fan in mienskiplik ferfiersbelied.

*Kêst 91*  
(âld kêst 71 FEM)

1. Om kêst 90 úthiere te kinnen stelle it Europeesk Parlemint en de Ried, mei achtslaan fan de bysûndere aspekten fan it ferfier, neffens de gewoane wetjouwingsproseduere en nei rieplachtsjen fan it Ekonomysk en Sosjaal Komitee en it Komitee fan de Regio's, fêst:

- a) mienskiplike regels foar ynternasjonaal ferfier út it grûngebiet fan in lidsteat wei of nei it grûngebiet fan in lidsteat ta;
- b) de betingsten foar it talitten fan ferfiersûndernimmers ta nasjonaal ferfier yn in lidsteat dêr't se net yn wenje;
- c) de maatregels dyt de feilichheid fan it ferfier ferbetterje kinne;
- d) alle oare gaadlike bepalingen.

2. By it fêststellen fan de yn lid 1 neamde maatregels wurdt rekken holden mei gefallen dat it tapassen dêrfan slimme gefolgen hawwe kinne soe foar it libbenspeil en de wurkgelegenheid yn guon regio's, en foar de eksploitaasje fan de ferfiersfasiliteiten.

*Kêst 92*  
(âld kêst 72 FEM)

Oant de yn kêst 91, lid 1, neamde bepalingen fêststeld binne, mei net ien lidsteat de ûnderskate bepalingen, dyt datoangeande jilde op 1 jannewaris 1958 of foar de steaten dy't harren oanslute, op de datum fan harren oansluting, sa feroarje dat dy dêrtroch yn harren streekrjochte of yndirekte útwurking minder geunstich wurde foar de ferfiersûndernimmers fan de oare lidsteaten as foar de nasjonale ferfiersûndernimmers, of it moast wêze dat de Ried mei ienriedigens fan stimmen in maatregel fêststelt dyt yn in ôfwiking foarsjocht.

*Kêst 93*  
(âld kêst 73 FEM)

Stipemaatregels binne te ferienigjen mei de Ferdraggen at se beantwurdzje oan it ferlet fan de koördinaasje fan it ferfier of at se de foarm hawwe fan in fergoeding foar guon ferplichte

tsjinstferjochtingen dy't ferbûn binne mei it begryp "iepenbiere tsjinst".

*Kêst 94*  
(âld kêst 74 FEM)

Elke maatregel op it mêd fan de frachtpriizen en ferfiersbetingsten dy't yn it ramt fan de Ferdraggen nommen is, moat rekken hâlde mei de ekonomyske situaasje fan de ferfiersûndernimmers.

*Kêst 95*  
(âld kêst 75 FEM)

1. Yn it ferkear binnen de Uny binne ferskillen yn behanneling, dy't dêryn bestean, dat in ferfiersûndernimmer foar deselde ferbinningen ferskillende frachtpriizen en ferfiersbetingsten foar gelikense waren tapast neffens it lân dêr't de ferfierde waar welkomt of hinneget, ferbean.

2. Lid 1 slút net út dat út krêft fan kêst 91, lid 1, oare maatregels troch it Europeesk Parlemint en de Ried nommen wurde kinne.

3. De Ried stelt, op útstel fan de Kommisje en nei rieplachtsjen fan it Europeesk Parlemint en fan it Ekonomysk en Sosjaal Komitee, úthieringsbepalingen fêst om it neilibjen fan lid 1 te garandearjen.

De Ried kin benammen de bepalingen fêststelle dy't needsaaklik binne om de ynstellingen fan de Uny by steat te stellen om soarch te dragen foar it neilibjen fan it yn lid 1 neamde foarskrift en om te garandearjen dat de brûkers dêr folslein fan profitearje.

4. De Kommisje ûndersket op eigen manneboet of op fersyk fan in lidsteat de yn lid 1 omskreaune gefallen fan diskriminaasje en nimt, nei rieplachtsjen fan elke belanghawwende lidsteat, yn it ramt fan de regeling dy't neffens lid 3 fêsteld is, de needsaaklike besluten.

*Kêst 96*  
(âld kêst 76 FEM)

1. It is oan in lidsteat, op betingst fan machtiging dêrta fan de Kommisje, ferbean om foar it ferfier binnen de Uny de tapassing fan priizen en betingsten op te lizzen dy't ien of oar elemint fan stipe of beskerming yn it belang fan ien of mear ûndernimmingsen of bepaalde yndustryen ynhâlde.

2. De Kommisje docht op eigen manneboet of op fersyk fan in lidsteat ûndersyk nei de priizen en betingsten dy't yn lid 1 oantsjut binne en hâldt dêrby benammen rekken, oan 'e iene kant mei de easken fan in passend regionaal ekonomysk belied, mei it ferlet fan minder ûntwikkele gebieten en ek mei de fraachstikken dy't harren foardogge yn troch politike omstannichheden slim beneidiele streken, en oan 'e oare kant mei de gefolgen fan dy priizen en betingsten foar de konkurrinsje tusken de ferskillende soarten fan ferfier.

Nei rieplachtsjen fan elke oanbelangjende lidsteat nimt de Kommisje de needsaaklike besluten.

3. It yn lid 1 nearde ferbod jildt net foar konkurrinsjetariven.

*Kêst 97*  
(âld kêst 77 FEM)

De heffingen of oare nochten dy't neist de ferferspris troch in ferfersûndernimmer yn rekken brocht wurde yn ferbân mei it oer de grûns gear, mear net boppe in ridlik peil útgean neffens de werklike kosten dy't feitlik feroarsake binne troch it passearjen fan dy grûns.

De lidsteaten stribje der nei om dy kosten njonkelytsen te ferminderjen.

De Kommisje kin de lidsteaten oanbefellingen dwaan foar it tapassen fan dit kêst.

*Kêst 98*  
(âld kêst 78 FEM)

De bepalingen fan dizze Titel stean maatregels dy't yn de Bûnsrepublyk Dútslân nommen binne, net yn 't paad, foarsafiert dy needsaaklik binne om de ekonomyske neidielen dy't troch de dieling fan Dútslân oan de ekonomy tabrocht binne fan dy streken yn de Bûnsrepublyk dy't troch dy dieling rekke binne, te kompensearjen. Fufjier nei it yngean fan it Ferdrach fan Lissabon kin de Ried, op útstel fan de Kommisje, in beslút fêststelle om dit kêst yn te lûken.

*Kêst 99*  
(âld kêst 79 FEM)

In komitee fan riejaand aard, besteande út troch de regearingen fan de lidsteaten oanwiisde saakkundigen, wurdt oan de Kommisje taheakke. Dy rieplachtet it komitee oer ferfersoangelgenheden, sa faak oft hy dat nedich achtet.

*Kêst 100*  
(âld kêst 80 FEM)

1. De bepalingen fan dizze Titel binne fan tapassing op it ferfier oer it spoar, de wei en de binnenwetters.

2. It Europeesk Parlemint en de Ried kinne, neffens de gewoane wetjouwingsproseduere, passende bepalingen fêststelle foar de seefeart en de loftfeart. Hja beslute nei rieplachtsjen fan it Ekonomysk en Sosjaal Komitee en it Komitee fan de Regio's.

## TITEL VII

### MIENSKIPLIKE REGELS OANGEANDE KONKURRINSJE, BELESTINGEN EN ÛNDERLINGE OANPASSING FAN DE WETJOUWINGEN

#### HAADSTIK 1

#### KONKURRINSJEREGELS

##### *OFDIELING 1*

#### REGELS FOAR DE ÛNDERNIMMINGEN

##### *Kêst 101* (âld kêst 81 FEM)

1. Unferienichber mei de ynterne merk en ferbean binne alle oerienkomsten tusken ûndernimmingsen, alle besluten fan ûndernimmersferieningen en al it opinoar ôfstimde feitlik hâlden en dragen dy't de hannel tusken de lidsteaten ûngeunstich beynfloedzje kinne en derta tsjinje of as gefolch hawwe dat de konkurrinsje binnen de ynterne merk behindere, beheind of fertsjefke wurdt en dy't benammen bestean út:
- a) it streekrjocht of yndirekt bepalen fan de oan- en ferkeapprizen of fan oare kontraktuele betingsten;
  - b) it beheinen of kontrolearjen fan de produksje, de ôfset, de technyske ûntwikkeling of de ynvestearingen;
  - c) it ferdielen fan de merk of fan de foarsjenningsboamen;
  - d) it wat de hannelspartners oangi et tapassen fan ûngelikense betingsten by lykwaardige prestaasjes en harren dêrmei neidiel tabringend by de konkurrinsje;
  - e) it oan it sluten fan oerienkomsten ferbûne betingst dat de hannelspartners bykommende prestaasjes akseptearje dy't noch nei harren aard, noch neffens it hannelsgebrûk ferbân hâlde mei it ûnderwerp fan dy oerienkomsten.
2. De út krêft fan dit kêst ferbean oerienkomsten of besluten binne fan rjochtsweagen neatich.
3. De bepalingen fan lid 1 fan dit kêst kinne lykwols bûten tapassing ferklearre wurde
- foar elke oerienkomst of groep fan oerienkomsten tusken ûndernimmingsen,
  - foar elk beslút of elke groep fan besluten fan ûndernimmersferieningen, en

- foar elk opinoar ôfstimd feitlik hâlden en dragen

dat bydraacht ta ferbettering fan de produksje of fan de ferdieling fan de produkten of ta ferbettering fan de technyske of ekonomyske foarûtgong, mitsdat in billik oandiel yn de dêrút folgjende foardielen oan de konsuminten te'n goede komt, en sûnder dochs oan de oanbelangjende ûndernimmingsen

- a) beheiningen op te lizzen dy't foar it berikken fan dy doelstellingen mist wurde kinne;
- b) de mooglikheid te jaan, om foar in wêzentlik part fan de oanbelangjende produkten de konkurrinsje út te skeakeljen.

*Kêst 102*  
(âld kêst 82 FEM)

Unferienichber mei de ynterne merk en ferbean, foarsafer't de hannel tusken lidsteaten dêrtroch ûngeunstich beynfloede wurde kin, is it, dat ien of mear ûndernimmingsen misbrûk meitsje fan in machtsposysje op de ynterne merk of op in wêzentlik diel dêrfan.

Dat misbrûk kin benammen bestean út:

- a) it streekrjocht of yndirekt oplizzen fan ûnbillike oan- en ferkeapprizen of fan oare ûnbillike kontraktuele betingsten;
- b) it beheinen fan de produksje, de ôfset of de technyske ûntwikkeling yn it neidiel fan de konsuminten;
- c) it oangeande hannelspartners tapassen fan ûngelikense betingsten by lykweardige prestaasjes mei as gefolch dat sy dêr neidiel fan ûnderfine yn de konkurrinsje;
- d) it feit dat oan it sluten fan oerienkomsten it betingst ferbûn wurdt dat de hannelspartners bykommende prestaasjes akseptearje dy't noch nei haren aard, noch neffens it hannelsgebrûk ferbân hâlde mei it ûnderwerp fan dy oerienkomsten.

*Kêst 103*  
(âld kêst 83 FEM)

1. De feroarderjingen of rjochtlinen dy't nedich binne foar it tapassen fan de begjinsels neamd yn de kêsten 101 en 102 wurde troch de Ried, op útstel fan de Kommisje en nei rieplachtsjen fan it Europeesk Parlemint, fêststeld.

2. De foarskriften dy't yn lid 1 foarsjoen binne, hawwe benammen ta doel:

- a) it neikommen fan de yn kêst 101, lid 1, en yn kêst 102 neamde ferbodsbepalings te garandearjen troch it ynstellen fan juldboeten en twangsommen;



- b) de wize fan tapassing fan kêst 101, lid 3, fêst te stellen mei achtslaan fan de needsaak om, oan de iene kant in effektyf tafersjoch te garandearjen, en oan de oare kant de administrative kontrôle safolle mooglik te ferienfâldigjen;
- c) yn foarkommende gefallen, de wurkingsstear fan de bepalingen fan de kêsten 101 en 102 foar de ûnderskate bedriuwstúken neier fêst te stellen;
- d) de taak fan de Kommissje respektivelik fan it Hof fan Justysje fan de Europeeske Uny by it tapassen fan de yn dit lid neamde bepalingen fêst te stellen;
- e) de ferhâlding fêst te stellen tusken de nasjonale wetjouwingen oan de iene kant en de bepalingen fan dizze Ofdieling, en ek de útfieringsbepalingen fan dit kêst oan 'e oare kant.

*Kêst 104*  
(âld kêst 84 FEM)

Oant it stuit fan yngean fan de foarskriften, op grûn fan kêst 103 fêststeld, beslute de autoriteiten fan de lidsteaten oer de talibereins fan konkurrinsjeregelingen en oer it meitsjen fan misbrûk fan in machtsposysje op de ynterne merk, yn oerienstimming mei harren nasjonaal rjocht en de yn kêst 101, benammen lid 3, en yn kêst 102 delleine bepalingen.

*Kêst 105*  
(âld kêst 85 FEM)

1. Mei behâld fan itjinge yn kêst 104 bepaald is, tinkt de Kommissje om it tapassen fan de yn de kêsten 101 en 102 delleine begjinsels. Op fersyk fan in lidsteat of fan amtswegen, en yn gearwurking mei de foechhawwende autoriteiten fan de lidsteaten, dy't him dêrby helpe, stelt er in ûndersyk yn nei de gefallen dat nei alle gedachten ynbreuk makke is op boppeneamde begjinsels. As bliken docht dat ynbreuk makke is, docht de Kommissje útstellen oangeande passende middels om dêr in ein oan te meitsjen.

2. Wurdt oan dy ynbreuken gjin ein makke, dan stelt de Kommissje de ynbreuk op de begjinsels yn in beslút mei reden en útlis fêst. De kommissje kin syn beslút bekend meitsje en de lidsteaten machtige tsjinmaatregels te nimmen, dêr't er de betingsten en de neiere útwurking fan bepaalt, en dy't needsaaklik binne om de situaasje te ferhelpen.

3. De Kommissje kin feroarderingen fêststelle oangeande groepen fan oerienkomsten dêr't de Ried neffens kêst 103, lid 2, ûnder b) in feroardering of in rjochtlíne foar fêststeld hat.

*Kêst 106*  
(âld kêst 86 FEM)

1. De lidsteaten nimme of hantavenje oangeande de iepenbiere bedriuwen en de ûndernimmingsen dêr't hja bysûndere of útslutende rjochten oan jouwe, gjin inkelde maatregel dy't stridich is mei de regels fan de Ferdraggen, benammen de regels neamd yn de kêsten 18 en 101 oant en mei 109.

2. De ûndernimmingsen dy't belêstige binne mei it behear fan tsjinsten fan algemien ekonomysk belang of dy't it karakter drage fan in fiskaal monopoalje, falle ûnder de regels fan de Ferdraggen, benammen ûnder de konkurrinsjeregels, foarsafier't it tapassen dêrfan de útfiering, rjochtlik of feitlik, fan de oan harren tabetroude bysûndere taak net behinderet. De ûntwikkeling fan it hannelsferkear mei net beynfloede wurde yn in omfang dy't stridich is mei it belang fan de Uny.

3. De Kommisje tinkt om it tapassen fan dit kêst en rjochtet, foarsafier't dat nedich is, passende rjochtlinen of besluten oan de lidsteaten.

## OPDIELING 2

### STIPEMAATREGELS FAN DE STEATEN

#### *Kêst 107* (âld kêst 87 FEM)

1. Utsein de ôfwikingsen dêr't de Ferdraggen yn foarsjogge, binne stipemaatregels fan de steaten of yn hokker foarm ek mei steatsmiddels bekostige, dy't de konkurinsje troch begeunstiging fan guon ûndernimmingsen of bepaalde produksjes ferskjinje of driigje te ferskjinjen, ûnferienichber mei de ynterne merk, foarsafier't dy stipe it hannelsferkear tusken de lidsteaten ûngeunstich beynfloedet.

2. Mei de ynterne merk binne ferienichber:

- a) stipemaatregels fan sojsjaal aard oan yndividuele konsuminten op betingst dat dy tapast wurde sûnder ûnderskied neffens de oarsprong fan de produkten;
- b) stipemaatregels om de skea goed te meitsjen dy't feroarsake is troch natuerrampen of oare bûtengewoane foarfällen;
- c) stipemaatregels foar de ekonomy fan bepaalde streken fan de Bûnsrepublyk Dútslân dy't neidiel ûnderfine fan de dieling fan Dútslân, foarsafier't dy stipemaatregels needsaaklik binne om de troch dy dieling feroarsake ekonomyske neidielen te kompensearjen. Fiifjier nei it yngean fan it Ferdrach fan Lissabon kin de Ried, op útstel fan de Kommisje, in beslút fêststelle om dit punt yn te lûken.

3. As ferienichber mei de ynterne merk kinne beskôge wurde:

- a) stipemaatregels om de ekonomyske ûntjouwing te befoarderjen fan streken dêr't it libbenspeil abnormaal leech is of dêr't in grut tekoart oan wurkgelegenheid is en fan de yn kêst 349 neamde regio's, rekken hâldend mei harren strukturele, ekonomyske en sojsjale situaasje;
- b) stipemaatregels om it ferwêzentlikjen fan in wichtich projekt fan mienskiplik Europeesk belang te befoarderjen of in serieuze fersteuring yn de ekonomy fan in lidsteat op te

heffen;

- c) stipemaatregels om de ûntjouwing fan bepaalde foarmen fan ekonomyske aktiviteit of fan guon ekonomyske regio's makliker te meitsjen, wannear't troch dy maatregels de betingsten oangeande it hannelsferkear net sa feroare wurde dat it mienskiplik belang skea dien wurdt;
- d) stipemaatregels om de kultuer en it behâld fan it kulturele erfgoed te befoarderjen, wannear't troch dy maatregels de betingsten oangeande it hannelsferkear en de konkurrinsje yn de Uny dêrtroch net sa feroare wurde dat it mienskiplik belang skea dien wurdt;
- e) oare foarmen fan stipemaatregels oanwiisd troch in beslút fan de Ried, op útstel fan de Kommissje.

*Kêst 108*  
(âld kêst 88 FEM)

1. De Kommissje docht yn gearwurking mei de lidsteaten oanhâldend ûndersyk nei de stiperegelingen dy't yn dy steaten bestean. Hy komt mei útstellen foar passende maatregels, dy't de trochgeande ûntjouwing of wurking fan de ynterne merk easkje.

2. As de Kommissje, nei't er de belanghawwers oanmoanne hat om harren op- of oanmerkingen te meitsjen, fêststelt dat in stipemaatregel dy't troch in steat of mei steatsmiddels betelle is, neffens kêst 107 net ferienichber is mei de ynterne merk of dat fan dy stipemaatregel misbrûk makke wurdt, bepaalt er dat de oanbelangjende steat dy stipemaatregel opheffe of feroarje moat binnen de troch him fêst te stellen termyn.

As dy steat dat beslút net binnen de stelde termyn neikomt, kin de Kommissje of elke oare belanghawwende steat him yn ôfwiking fan de kâsten 258 en 259 streekrjocht ta it Hof fan Justysje fan de Europeeske Uny rjochtsje.

Op fersyk fan in lidsteat kin de Ried mei ienriedigens fan stimmen beslute dat in troch dy steat nommen of te nimmen stipemaatregel yn ôfwiking fan de bepalingen fan kêst 107 of fan de yn kêst 109 neamde feroarderingen as ferienichber beskôge wurde moatte mei de ynterne merk, as bûtengewoane omstannichheden sa'n beslút rjochtfeardigje. As de Kommissje oangeande dy stipemaatregel mei de yn de earste alinea fan dit lid neamde proseduere begûn is, wurdt dy troch it fersyk fan de oanbelangjende steat oan de Ried ûnderbrutsen, oant de Ried syn stânpunt bepaald hat.

Lykwols, as de Ried binnen in termyn fan trije moanne nei't it fersyk dien is syn stânpunt net bepaald hat, beslút de Kommissje.

3. De Kommissje wurdt fan elk foarnimmen om stipemaatregels yn te fieren of te feroarjen yntiids genôch op 'e hichte brocht, om sadwaande op- of oanmerkingen meitsje te kinnen. As de Kommissje mient dat sa'n foarnimmen neffens kêst 107 net ferienichber is mei de ynterne merk, begjint er fuortendaliks mei de yn it foarige lid neamde proseduere. De oanbelangjende lidsteat

kin de foarnommen maatregels net útfiere foar't dy proseduere ta in einbeslút laat hat.

4. De Kommisje kin feroarderungen fêststelle oangeande de foarmen fan steatsstipe dêrt de Ried neffens kêst 109 oer bepaald hat, dat se frijsteld wurde kinne fan de proseduere neffens lid 3 fan dit kêst.

*Kêst 109*  
(âld kêst 89 FEM)

De Ried kin, op útstel fan de Kommisje en nei rieplachtsjen fan it Europeesk Parlemint, alle útfieringsferoarderungen fêststelle nedich foar it tapassen fan de kêsten 107 en 108, en benammen de betingsten foar it tapassen fan kêst 108, lid 3, en ek dy foarmen fan stipemaatregels bepale, dy't frijsteld binne fan dy proseduere.

## HAADSTIK 2

### BEPALINGEN OANGEANDE BELESTINGEN

*Kêst 110*  
(âld kêst 90 FEM)

De lidsteaten lizze op produkten fan de oare lidsteaten, al of net streekrjocht, gjin hegere binnenlânske belestingen fan likefolle hokker aard op as dyselden dy't, al of net streekrjocht, op lyksoartige nasjonale produkten oplein wurde.

Boppedat lizze de lidsteaten op de produkten fan de oare lidsteaten net sokke binnenlânske belestingen op dy't liede ta yndirekte beskerming fan oare produksjes.

*Kêst 111*  
(âld kêst 91 FEM)

By de úttier fan produkten nei it grûngebiet fan ien fan de lidsteaten mei de weromjette fan binnenlânske belestingen net heger wêze as it bedrach dat dêr al of net rjochtstreeks oan oplein is.

*Kêst 112*  
(âld kêst 92 FEM)

Oangeande belestingen oars as de omsetbelasting, de aksynzen en de oare yndirekte belestingen mei frijstellingen en weromjetten by úttier nei de oare lidsteaten allinnich mar jûn wurde en kompensearjende belestingen by yntier út de lidsteaten allinnich mar oplein wurde, foarsafiert dy maatregels yn 't foar – en foar in beheinde perioade – troch de Ried, op útstel fan de Kommisje, goedkard binne.

*Kêst 113*  
(âld kêst 93 FEM)

De Ried stelt nei rieplachtsjen fan it Europeesk Parlemint en it Ekonomysk en Sosjaal Komitee mei ienriedigens fan stimmen, neffens in bysûndere wetjouwingsproseduere, de bepalingen fêst oangeande de harmonisearring fan wetjouwing op it stik fan de omsetbelasting, de aksynzen en de oare yndirekte belastingen, foarsahert dy harmonisearring needsaaklik is om de ynstelling en de wurking fan de ynterne merk te garandearjen en om konkurransefersteuringen foar te kommen.

HAADSTIK 3

DE OANPASSING FAN DE WETJOUWINGEN

*Kêst 114*  
(âld kêst 95 FEM)

1. De neikommende bepalingen binne fan tapassing foar it ferwêzentlikjen fan de doelen fan kêst 26, of it moast wêze dat der yn de Ferdragen wat oars bepaald is. It Europeesk Parlemint en de Ried stelle, neffens de gewoane wetjouwingsproseduere en nei rieplachtsjen fan it Ekonomysk en Sosjaal Komitee, de maatregels fêst oangeande de ûnderlinge oanpassing fan de wetlike en bestjoersrjochtlike bepalingen fan de lidsteaten dy't de ynstelling en de wurking fan de ynterne merk oanbelange.
2. Lid 1 is net fan tapassing op de fiskale bepalingen, op de bepalingen oangeande it frije ferkear fan persoanen en op de bepalingen oangeande de rjochten en belangen fan wurknimmers.
3. Op it mêd fan folkssûnens, feilichheid, miljeu- en konsumintebeskerming, giet de Kommisje yn syn útstellen yn de sin lid 1, út fan in heech nivo fan beskerming en hâldt dêrby benammen rekken mei alle nije ûntwikkelingen dy't op wittenskiplike feiten basearre binne. Ek it Europeesk Parlemint en de Ried sille binnen harren respektive foegen besykje om dy doelstelling te ferwêzentlikjen.
4. Wannear't in lidsteat, neidat troch it Europeesk Parlemint en de Ried, troch de Ried of troch de Kommisje in harmonisaasjemaatregel nommen is, it needsaaklik achtet om nasjonale bepalingen te hanthavenjen dy't harren rjochtferdiging fine yn wichtige easken yn de sin fan kêst 36 of dy't ferbân hâlde mei de beskerming fan it miljeu of it arbeidsmiljeu, bringt hy de Kommisje fan dy bepalingen op 'e hichte en ek fan de reden foar it hanthavenjen derfan.
5. Wannear't in lidsteat it, nei't troch it Europeesk Parlemint en de Ried, troch de Ried of troch de Kommisje in harmonisaasjemaatregel nommen is, needsaaklik achtet om foar nasjonale bepalingen te soargjen dy't basearre binne op nije wittenskiplike gegevens dy't ferbân hâlde mei de beskerming fan it miljeu of it arbeidsmiljeu fanwegen in spesifyk probleem dat him yn dy lidsteat oppenearre hat nei't de harmonisaasjemaatregel nommen is, bringt er de Kommisje op 'e

hichte fan de foarnommen bepalingen en de reden foar it fêststellen derfan.

6. Binnen seis moanne nei de meidielingen, omskreaun yn de lidden 4 en 5, kart de Kommissje de oanbelangjende nasjonale bepalingen goed of wiist dy ôf, nei't er neigien hat oft hja al of net in middel ta ien of oare diskriminaasje, in ferhoalen beheining fan de hannel tusken de lidsteaten, of in tûkelteam foar de wurking fan de ynterne merk foarmje.

As de Kommissje binnen dy termyn gjin beslút nimt, wurde de yn lidden 4 en 5 neamde nasjonale bepalingen achte goedkard te wêzen.

As it komplekse karakter fan de oangelegenheid soks rjochtfeardiget en der gun gefaar bestiet foar de sûnens fan minsken, kin de Kommissje de oanbelangjende lidsteat derfan op 'e hichte bringe dat de yn dit lid neamde termyn mei op syn heechst seis moanne ferlingd wurde kin.

7. As in lidsteat út krêft fan lid 6 machtige is om nasjonale bepalingen te hanthavenjen of fêst te stellen dy't oars binne as in harmonisaasjemaatregel, ûndersiket de Kommissje fuortendaliks oft it gaadlik is om in oanpassing fan dy maatregel foar te slaan.

8. As in lidsteat in spesifyk probleem yn ferbân mei folkssûnens oan de oarder stelt op in mêd dêr't earder harmonisaasjemaatregels nommen binne, dielt hy dat mei oan de Kommissje, dy't fuortendaliks ûndersiket oft er útstellen foar passende maatregels oan de Ried dwaan moat.

9. Yn ôfwiking fan de proseduere fan de kêsten 258 en 259 kin de Kommissje of in lidsteat him streekrjocht ta it Hof fan Justysje fan de Europeeske Uny rjochtsje as er mient dat in oare lidsteat misbrûk makket fan de yn dit kêst neamde foegen.

10. Boppeneamde harmonisaasjemaatregels omfetsje, yn foarkommende gefallen, in frijwarringsklausule dy't de lidsteaten machtiget om, op grûn fan ien of mear fan de yn kêst 36 neamde net-ekonomyske redenen, foarriedige maatregels te nimmen dy't ûnderwurpen binne oan in kontrôleproseduere fan de Uny

*Kêst 115*  
(âld kêst 94 FEM)

Mei behâld fan kêst 114 stelt de Ried, nei niaplachtsjen fan it Europeesk Parlemint en it Ekonomysk en Sosjaal Komitee, mei ienriedigens fan stimmen, neffens in bysûndere wetjouwingsproseduere, rjochtlinen fêst foar de ûnderlinge oanpassing fan de wetlike en bestjoersrjochtlike bepalingen fan de lidsteaten dy't streekrjocht fan ynfloed binne op de ynstelling of de wurking fan de ynteme merk.

*Kêst 116*  
(âld kêst 96 FEM)

As de Kommissje fêststelt dat in ferskil tusken de wetlike of bestjoersrjochtlike bepalingen fan de lidsteaten de konkurrinsjebetingsten op de ynterne merk ferfalsket en dat dêr sadwaande in fersteurende ynfloed fan útgiet dy't ophêft wurde moat, neplachtet er de oanbelangjende lidsteaten.

As dy konsultaasje net liedt ta oerienstimming mei as gefolch opheffing fan de fersteurende ynfloed yn kwestje, stelle it Europeesk Parlemint en de Ried, neffens de gewoane wetjouwingsproseduere, de foar dat doel needsaaklike rjochtlinen fêst. Ek alle oare gaadlike maatregels dêr't de Ferdraggen yn foarsjogge, kinne fêststeld wurde.

*Kêst 117*  
(âld kêst 97 FEM)

1. Wannear't der oanlieding is om der bang foar te wêzen dat de fêststelling of de feroaring fan in wetlike of bestjoersrjochtlike bepaling in fersteurende ynfloed yn de sin fan kêst 116 feroarsaket, rieplachtet de lidsteat dy't dêrta oergean wol, de Kommisje. Nei de lidsteaten rieplachte te hawwen, befellet de Kommisje de oanbelangjende steaten passende maatregels oan om dy fersteurende ynfloed foar te kommen.

2. As de steat dy't nasjonale bepalingen fêststelle of feroarje wol net hannelet neffens de oanbefelling dy't de Kommisje him dien hat, kin bytapassing fan kêst 116 fan de oare lidsteaten net frege wurde dat hja harren nasjonale bepalingen feroarje om dy fersteurende ynfloed op te heffen.

As de lidsteat dy't oan de oanbefelling fan de Kommisje gjin gefolch jûn hat, in fersteurend effekt feroarsaket dêr't allinnich hysels neidiel fan ûnderfynt, binne de bepalingen fan kêst 116 net fan tapassing.

*Kêst 118*

Yn it ramt fan it ta stân bringen fan de wurking fan de ynterne merk stelle it Europeesk Parlemint en de Ried, neffens de gewoane wetjouwingsproseduere, de maatregels fêst foar it ynfieren fan Europeeske rjochtstitels dy't soargje moatte foar in ienfoarmige beskerming fan de yntellektuele eigendomsrjochten yn de hiele Uny, en ek foar it ynstellen fan sintralisearre machtigings-, koördinaasje- en kontrôleregelingen op it nivo fan de Uny.

De Ried stelt, neffens in bysûndere wetjouwingsproseduere, troch de wei fan feroarderingen de taleregelingen oangeande de Europeeske rjochtstitels fêst. De Ried beslút mei ienriedigens fan stimmen, nei rieplachtsjen fan it Europeesk Parlemint.

TITEL VIII

**EKONOMYSK EN MONETÊR BELIED**

*Kêst 119*  
(âld kêst 4 FEM)

1. Om de yn kêst 3 fan it Ferdrach oangeande de Europeeske Uny neamde doelstellingen te berikken, omfettet it hanneljen fan de lidsteaten en de Uny, ûnder de betingsten dêr't de

Ferdraggen yn foarsjogge, it ynfiere fan in ekonomysk belied dat basearre is op nauwe koördinaasje fan it ekonomysk belied fan de lidsteaten, op de ynterne merk en op de útwurking fan mienskiplike doelstellingen en dat fierd wurdt mei achtslaan fan it begjinsel fan in iepen merkeconomy mei frije konkurrinsje.

2. Tagelyk dêrmei omfettet dat hanneljen, ûnder de betingsten en neffens de prosedueres dêrt de Ferdraggen yn foarsjogge, ien munt, de euro, en ek it bepalen en fiere fan ien monetêr belied en wisselkoersbelied, beide mei as haaddoel it hanthavenjen fan priisstabiliteit en, mei behâld fan dy doelstelling, it stypjen fan it algemien ekonomysk belied yn de Uny, mei achtslaan fan it begjinsel fan in iepen merkeconomy mei frije konkurrinsje.

3. Dit hanneljen fan de lidsteaten en fan de Uny ymplisearret it neilibjen fan de folgjende grûnbegjinsels: stabile prizen, sûne oerheidsfinânsjes en monetêre kondysjes en ek in hâldbere betellingsbalâns.

## HAADSTIK 1

### EKONOMYSK BELIED

#### *Kêst 120* (âld kêst 98 FEM)

De lidsteaten fiere harren ekonomysk belied om by te dragen oan it ferwêzentlikjen fan de doelstellingen fan de Uny, lykas omskreaun yn kêst 3 fan it Ferdrach oangeande de Europeeske Uny, en yn it ramt fan de yn kêst 121, lid 2, neamde globale rjochtsnoeren. De lidsteaten en de Uny hannelje neffens it begjinsel fan in iepen merkeconomy mei frije konkurrinsje, troch hokker begjinsel in doelmjittige allokaasje fan middels befoardere wurdt, en mei achtslaan fan de begjinsels dy't dellein binne yn kêst 119.

#### *Kêst 121* (âld kêst 99 FEM)

1. De lidsteaten beskôgje harren ekonomysk belied as in oangelegenheid fan mienskiplik belang en koördinearje it yn it ramt fan de Ried, neffens itjinge dat bepaald is yn kêst 120.

2. De Ried stelt, op oanbefelling fan de Kommisje, in ûntwerp op foar de globale rjochtsnoeren foar it ekonomysk belied fan de lidsteaten en fan de Uny, en leit de resultaten foar oan de Europeeske Ried.

Oan de hân fan dat ferslach fan de Ried besprekt de Europeeske Ried in konklúzje oer de globale rjochtsnoeren foar it ekonomysk belied fan de lidsteaten en fan de Uny.

Utgeande fan dy konklúzje nimt de Ried in oanbefelling oan, dêrt dy globale rjochtsnoeren yn fêstlein binne. De Ried bringt it Europeesk Parlemint fan syn oanbefelling op 'e hichte.



3. Om in nauwere koördinaasje fan it ekonomysk belied en in oanhâldende konvergenasje fan de ekonomyske prestaasjes fan de lidsteaten te garandearjen, sjocht de Ried oan de hân fan troch de Kommisje yntsjinne rapporten ta op de ekonomyske ûntjouwingen yn elke lidsteat en yn de Uny, en ek op de oerienstimming fan it ekonomysk belied mei de yn lid 2 neamde globale rjochtsnoeren en fiert er geregeldwei in folleane evaluaasje út.

Mei it each op dat multilaterale tafersjoch jouwe de lidsteaten de Kommisje ynformaasje oer de wichtige maatregels dy't hja yn it ramt fan harren ekonomysk belied nommen hawwe en alle oare ynformaasje dy't hja nedich achtsje.

4. Wannear't yn it ramt fan de prosedueren fan lid 3 bliken docht dat it ekonomysk belied fan in lidsteat net strykt mei de yn lid 2 neamde globale rjochtsnoeren of de goede wurking fan de ekonomyske en monetêre uny yn gefaar driget te bringen, kin de Kommisje in warskôging oan de oanbelangjende lidsteat rjochtsje. De Ried kin op oanbefelling fan de Kommisje de nedige oanbefellingen oan de lidsteat rjochtsje. De Ried kin, op útstel fan de Kommisje, beslute om syn oanbefellingen iepenbier te meitsjen.

Yn it ramt fan dit lid beslút de Ried sûnder rekken te hâlden mei de stam fan it lid fan de Ried dat de oanbelangjende lidsteat fertsjintwurdiget.

De kwalifisearre mearderheid fan de oare leden fan de Ried wurdt bepaald neffens kêst 238, lid 3, ûnder a).

5. De foarsitter fan de Ried en de Kommisje dogge it Europeesk Parlemint ferslach fan de resultaten fan it multilaterale tafersjoch. De foarsitter fan de Ried kin frege wurde om foar de foechhawwende kommisje fan it Europeesk Parlemint te ferskinen, as de Ried syn oanbefellingen iepenbier makke hat.

6. It Europeesk Parlemint en de Ried kinne, neffens de gewoane wetjouwingsprosedueren, troch de wei fan feroarderingsen neiere bepalingen foar de multilaterale tafersjochprosedueren yn de sin fan de lidden 3 en 4 fêststelle.

*Kêst 122*  
(âld kêst 100 FEM)

1. Mei behâld fan de oare prosedueres dêr't de Ferdraggen yn foarsjogge, kin de Ried, op útstel fan de Kommisje, yn in geast fan solidariteit tusken de lidsteaten, yn in beslút de foar de ekonomyske situaasje passende maatregels fêststelle, benammen as harren by de levering fan bepaalde produkten, foaral yn de enerzjy sektor, slimme swierrichheden oppenearje.

2. Yn it gefal fan swierrichheden of slimme driging fan grutte swierrichheden yn in lidsteat, dy't feroarsake wurde troch natuerampen of bûtengewoane foarfällen dêr't dy lidsteat gjin kontrôle oer hat, kin de Ried, op útstel fan de Kommisje, ûnder bepaalde betingsten finansjele bystân fan de Uny oan de oanbelangjende lidsteat jaa. De foarsitter fan de Ried bringt it Europeesk Parlemint op 'e hichte fan it beslút dat nommen is.

*Kêst 123*  
(âld kêst 101 FEM)

1. It jaan fan foarskotten yn rekken-koerant of oare kredytfasiliteiten by de Europeeske Sintrale Bank of de sintrale banken fan de lidsteaten, (tenei "nasjonale sintrale banken"), foar ynstellingen, organen of ynstânsjes fan de Uny, sintrale oerheden, regionale, lokale of oare oerheden, oare publykrechtlike lichems of iepenbiere bedriuwen fan de lidsteaten, en ek it streekrecht fan harren keapjen troch de Europeeske Sintrale Bank of nasjonale sintrale banken fan skuldbewizen, binne ferbean.

2. Itjinge dat bepaald is yn lid 1 jildt net foar kredytynstellingen dy't yn hannen binne fan de oerheid, dy krije fan de nasjonale sintrale banken en de Europeeske Sintrale Bank, yn it ramt fan de likwiditeitsfoarsjenning troch sintrale banken, deselde behandeling as partikuliere kredytynstellingen.

*Kêst 124*  
(âld kêst 102 FEM)

Maatregels dy't net nommen wurde op grûnen fan bedriuwsekonomysk tafersjoch en dy't dêrtroch ynstellingen, organen of ynstânsjes fan de Uny, sintrale oerheden, regionale, lokale of oare oerheden, oare publykrechtlike lichems of iepenbiere bedriuwen fan de lidsteaten in befoarrjochte tagong jouwe ta de finansjele ynstellingen, binne ferbean.

*Kêst 125*  
(âld kêst 103 FEM)

1. De Uny is net oanspraaklik foar de ferplichtingen fan sintrale, regionale, lokale of oare oerheden, of foar oare publykrechtlike lichems en iepenbiere bedriuwen fan de lidsteaten, en nimt dy ferplichtingen net oer, mei behâld fan de wjersidige finansjele garânsjes foar de mienskiplike útfiering fan in spesifyk projekt. De lidsteaten binne net oanspraaklik foar de ferplichtingen fan sintrale, regionale, lokale of oare oerheden, of oare publykrechtlike lichems en iepenbiere bedriuwen fan in oare lidsteat en nimme dy ferplichtingen net oer, mei behâld fan de finansjele wjersidige garânsjes foar de mienskiplike útfiering fan in spesifyk projekt.

2. As it nedich is kin de Ried, op útstel fan de Kommisje en nei replachtsjen fan it Europeesk Parlemint, definysjes fêststelle foar it tapassen fan de ferbodbepalingen dy't neamd binne yn de kâsten 123 en 124 en ek yn dit kêst.

*Kêst 126*  
(âld kêst 104 FEM)

1. De lidsteaten moatte ûnevenredich grutte oerheidsteakoarten foar wêze.

2. De Kommisje sjocht ta op de ûntwikkeling fan de begruttingssituaasje en op de omfang fan de oerheidsskuld yn de lidsteaten mei it each op it fêststellen fan slimme tekoartkommingsen. Benammen giet de Kommisje op basis fan de neikommende twa kritearia nei oft de hân holden wurdt oan de begruttingsdiscipline:

- a) oft de ferhâlding tusken it ferwachte of feitlike oerheidstekoart en it bruto binnenlânsk produkt oer in bepaalde referinsjewearde hinne giet, of it moast wêze:
- dat de ferhâlding substansjeel en oan enwei ôfnommen is en in wearde berikt hat dy't ticht by de referinsjewearde leit;
  - of oars, dat it bedarjen boppe de referinsjewearde allinnich mar útsûnderlik en tydlik is en de ferhâlding ticht by de referinsjewearde bliuwt;
- b) oft de ferhâlding tusken de oerheidsskuld en it bruto binnenlânsk produkt oer in bepaalde referinsjewearde hinne giet, of it moast wêze dat de ferhâlding foldwaande ôfnimt en yn in befredigjend tempo ticht by de referinsjewearde útkomt.

De referinsjewearden wurde neier omskreaun yn it oan de Ferdraggen taheakke Protokol oangeande de proseduere by ûnevenredich grutte tekoarten.

3. Foldocht in lidsteat oan gjinen of allinnich mar oan ien fan dy kritearia, dan stelt de Kommisje in ferslach op. Yn it ferslach fan de Kommisje wurdt der boppedat rekken mei holden oft it oerheidstekoart grutter is as de ynvestearingsútjeften fan de oerheid; fierders wurdt ek rekken holden mei alle oare relevante faktoaren, dêrby ynbegrepen de ekonomyske en budzjettêre situaasje fan de lidsteat op middellange termyn.

Fierders kin de Kommisje in ferslach opstelle as er - ek al is oan de kritearia foldien - fan betinken is dat der gefaar bestiet foar in ûnevenredich grut tekoart yn in lidsteat.

4. It Ekonomysk en Finansjeel Komitee bringt advys út oer it ferslach fan de Kommisje.

5. As de Kommisje fan betinken is dat yn in lidsteat in ûnevenredich grut tekoart bestiet of komme kin, jout er in advys oan de oanbelangjende lidsteat en bringt er de Ried dêrfan op 'e hichte.

6. Op útstel fan de Kommisje en rekken hâldend mei de opmerkingen dy't de oanbelangjende lidsteat eventueel meitsje wol, beslút de Ried, nei in folsleine evaluaasje makke te hawwen, oft der al of net in ûnevenredich grut tekoart is.

7. Wannear't de Ried neffens lid 6 beslút dat it giet om in ûnevenredich grut tekoart, stelt er, op oanbefelling fan de Kommisje, sûnder ûnbegrûne fertraging de oanbefellingen fêst dy't er rjochtet oan de oanbelangjende lidsteat, mei it doel dat dy binnen in bepaalde termyn in ein makket oan it tekoart. Utsein itjinge dat bepaald is yn lid 8, wurde dy oanbefellingen net iepenbier makke.

8. Wannear't de Ried fêststelt dat binnen de foarskreaune perioade gjin effektyf gefolch oan syn oanbefellingen jûn is, kin er syn oanbefellingen iepenbier meitsje.

9. Wannear't in lidsteat hieltyd wer benofter bliuwt mei it útfieren fan de oanbefellingen fan de Ried, kin de Ried beslute om de oanbelangjende lidsteat oan te moanjen om binnen in foarskreaune termyn maatregels te nimmen om it tekoart sa te ferminderjen as de Ried nedich

achtet om de situaasje te ferhelpen.

Yn dat gefal kin de Ried de oanbelangjende lidsteat fersykje neffens in sekuer tiidskema ferslach út te bringen, om nei te gean hokker oanpassingsmaatregels dy lidsteat nommen hat.

10. It rjocht om in klacht yn te tsjynjen, lykas bepaald yn de kêsten 258 en 259, kin net útoefene wurde yn it ramt fan it tapassen fan de lidden 1 oant en mei 9 fan dit kêst.

11. Salang't in lidsteat him net foeget nei in neffens lid 9 nommen beslút, kin de Ried ien of mear fan de folgjende maatregels tapasse of yn it foarkommende gefal fersterkje:

- easkje dat de oanbelangjende lidsteat troch de Ried te bepalen oanfoljende ynformaasje iepenbier makket foar't er obligaasjes en oare weardepapieren útjout;
- de Europeeske Ynvestearingsbank fersykje om syn belied oangeande de kredytferliening foar de oanbelangjende lidsteat op 'en nij te besjen;
- easkje dat de oanbelangjende lidsteat by de Uny in net-rintedragend bedrach fan in passende grutte deponearret, oant it ûnevenredich grutte tekoart nei it oardiel fan de Ried korrizjearre is;
- boeten fan in passende hichte oplizze.

De foarstatter fan de Ried bringt it Europeesk Parlemint op 'e hichte fan de besluten dy't nommen binne.

12. De Ried lûkt guon of alle besluten of oanbefellingen yn de sin fan de lidden 6 oant en mei 9 en 11 yn, as er fan betinken is dat it ûnevenredich grutte tekoart yn de oanbelangjende lidsteat korrizjearre is. As de Ried earder oanbefellingen iepenbier makke hat, leit er, sadree't it beslút op grûn fan lid 8 ynlutsen is, in iepenbiere ferklearing ôf dêr't yn sein wurdt dat net langer sprake is fan in ûnevenredich grut tekoart yn de oanbelangjende lidsteat.

13. De yn de lidden 8, 9, 11 en 12 neamde besluten wurde troch de Ried op oanbefelling fan de Kommisje nommen.

Wannear't de Ried de yn de lidden 6 oant en mei 9, 11 en 12 neamde maatregels nimt, hâldt er gjin rekken mei de stim fan it lid fan de Ried dat de oanbelangjende lidsteat fertsjintwurdiget.

De kwalifisearre mearderheid fan de oare leden fan de Ried wurdt bepaald neffens kêst 238, lid 3, ûnder a).

14. Fierdere bepalingen oangeande it útfieren fan de yn dit kêst omskreaune proseduere binne opnommen yn it oan de Ferdraggen taheakke Protokol oangeande de proseduere by ûnevenredich grutte tekoarten.

Nei rieplachtsjen fan it Europeesk Parlemint en fan de Europeeske Sintrale Bank, nimt de Ried mei ienriedigens fan stimmen, neffens in bysûndere wetjouwingsproseduere, passende bepalingen

oan dyt yn it plak fan niisneamd Protokol komme.

Under foarbehâld fan de oare bepalingen fan dit lid stelt de Ried, op útstel fan de Kommisje en nei rieplachtsjen fan it Europeesk Parlemint, neiere foarskriften en definysjes foar de tapassing fan de bepalingen fan dat Protokol fêst.

## HAADSTIK 2

### MONETÊR BELIED

#### *Kêst 127*

(âld kêst 105 FEM)

1. It haaddoel fan it Europeesk Stelsel fan Sintrale Banken (tenei "ESSB"), is it hanthavenjen fan priisstabiliteit. Mei behâld fan it doel fan priisstabiliteit stipet it ESSB it algemiene ekonomyske belied yn de Uny mei it doel om by te dragen oan it ferwêzentlikjen fan de yn kêst 3 fan it Ferdrach oangeande de Europeeske Uny omskreane doelstellingen fan de Uny. It ESSB hannellet neffens it begjinsel fan in iepen merkeconomy mei frije konkurinsje, dêr't in doelmjittige allokaasje fan middels troch befoardere wurdt en mei achtslaan fan de begjinsels dyt dellein binne yn kêst 4.

2. De fia it ESSB út te fieren fûnemintele taken binne:

- it bepalen en útfieren fan it monetêr belied fan de Uny;
- it ferjochtsjen fan falutamerk-operaasjes neffens de bepalingen fan kêst 219;
- it oanhâlden en behearen fan de offisjele eksterne reserves fan de lidsteaten;
- it befoardenjen fan in goede wurking fan it betellingsferkear.

3. Itjinge dat bepaald is yn lid 2, tredde streekje, lit it oanhâlden en behearen fan wurksaldy yn bûtenlânske faluta's troch de regearingen fan de lidsteaten ûnferoare.

4. De Europeeske Sintrale Bank wurdt rieplachte:

- oer elk útstel foar in rjochtshanneling fan de Uny op de mêden dy't ûnder it foech fan de Europeeske Sintrale Bank falle;
- troch de nasjonale autoriteiten oer elk ûntwerp fan wetlike bepaling op de mêden dy't ûnder it foech fan de Europeeske Sintrale Bank falle, mar binnen de grinzen en ûnder de betingsten dy't de Ried neffens de proseduere fan kêst 129, lid 4, fêststelt.

De Europeeske Sintrale Bank kin advys útbringe oan de foechhawwende ynstellingen, organen of ynstânsjes fan de Uny of oan nasjonale autoriteiten oangeande oangelegenheden op de mêden

dy't ûnder syn foech falle.

5. It ESSB draacht by ta it fieren fan in goed belied fan foechhawwende autoriteiten oangeande it bedriuwsekonoomysk tafersjoch op kredytnstellingen en de stabiliteit fan it finansjele stelsel.

6. De Ried kin, neffens in bysûndere wetjouwingsproseduere en nei rieplachtsjen fan it Europeesk Parlemint en de Europeeske Sintrale Bank, troch de wei fan feroarderingsen mei ienriedigens fan stimmen beslute om oan de Europeeske Sintrale Bank spesifike taken op te dragen oangeande it belied op it mêd fan it bedriuwsekonoomysk tafersjoch op kredytnstellingen en oare finansjele ynstellingen, útsein fersekeringsûndernimmingsen.

*Kêst 128*  
(âld kêst 106 FEM)

1. De Europeeske Sintrale Bank hat it eksklusive rjocht om machtiging te jaan ta de útjefte fan bankbiljetten yn euro binnen de Uny. De Europeeske Sintrale Bank en de nasjonale sintrale banken meie bankbiljetten útjaan. De bankbiljetten dy't útjûn wurde troch de Europeeske Sintrale Bank en de nasjonale sintrale banken, binne de iennige bankbiljetten dy't binnen de Uny de kwaliteit fan wettich betelmiddel hawwe.

2. De lidsteaten kinne munten yn euro útjaan, ûnder foarbehâld fan goedkarring fan de Europeeske Sintrale Bank oangeande de omfang fan de útjefte. De Ried kin, op útstel fan de Kommisje en nei rieplachtsjen fan it Europeesk Parlemint en de Europeeske Sintrale Bank, maatregels nimme om de nominale wearden en technyske spesifikaasjes fan alle munten dy't foar sirkulaasje ornearre binne te harmonisearjen foarsafiert dat nedich is foar in goede sirkulaasje fan munten binnen de Uny.

*Kêst 129*  
(âld kêst 107 FEM)

1. It ESSB wurdt bestjoerd troch de beslútfoarmjende organen fan de Europeeske Sintrale Bank, te witten de Ried fan bestjoer en de direksje.

2. It Statút fan it Europeesk Stelsel fan Sintrale Banken en fan de Europeeske Sintrale Bank (tenei "Statút fan it ESSB en fan de ESB"), is opnommen yn in Protokol dat oan de Ferdraggen taheakke is.

3. Kêsten 5.1, 5.2, 5.3, 17, 18, 19.1, 22, 23, 24, 26, 32.2, 32.3, 32.4, 32.6, 33.1 a) en 36 fan it Statút fan it ESSB en fan de ESB kinne troch it Europeesk Parlemint en de Ried feroare wurde neffens de gewoane wetjouwingsproseduere. Hja beslute itsij op oanbefelling fan de Europeeske Sintrale Bank en nei rieplachtsjen fan de Kommisje, itsij op útstel fan de Kommisje en nei rieplachtsjen fan de Europeeske Sintrale Bank.

4. De bepalingen dy't yn de kêsten 4, 5.4, 19.2, 20, 28.1, 29.2, 30.4 en 34.3 fan it Statút fan it ESSB en fan de ESB neamd binne, wurde troch de Ried oannommen itsij op útstel fan de Kommisje en nei rieplachtsjen fan it Europeesk Parlemint en de Europeeske Sintrale Bank, itsij op oanbefelling fan de Europeeske Sintrale Bank en nei rieplachtsjen fan it Europeesk Parlemint

en de Kommisje.

*Kêst 130*  
(âld kêst 108 FEM)

By it útoefenjen fan de foegen en it neikommen fan de taken en plichten dy't yn de Ferdraggen en yn it Statút fan it ESSB en fan de ESB oan harren opdroegen binne, is it noch de Europeeske Sintrale Bank, noch in nasjonale sintrale bank, noch likefolle hokker lid fan harren beslútfoarmjende organen tastien om ynstruksjes te freegjen oan of te akseptearjen fan ynstellingen, organen of ynstânsjes fan de Uny, fan regearingen fan lidsteaten of fan watfoar oar orgaan. De ynstellingen, organen of ynstânsjes fan de Uny en ek de regearingen fan de lidsteaten ferplichtsje harren derta om dat begjinsel te earbiedigjen en om net te besykjen de leden fan de beslútfoarmjende organen fan de Europeeske Sintrale Bank of fan de nasjonale sintrale banken by it úthieren fan harren taken te beynfloedzjen.

*Kêst 131*  
(âld kêst 109 FEM)

Elke lidstaat soarget derfoar dat syn nasjonale wetjouwing, it statút fan syn nasjonale bank dêrby ynbegrepen, ferienichber is mei de Ferdraggen en mei it Statút fan it ESSB en fan de ESB.

*Kêst 132*  
(âld kêst 110 FEM)

1. Om de taken dy't oan it ESSB opdroegen binne út te fieren, sil de Europeeske Sintrale Bank, neffens itjinge dat bepaald is yn de Ferdraggen en ûnder de betingsten fan it Statút fan it ESSB en fan de ESB:

- feroarderingen fêststelle foarsahter't dy nedich binne foar it úthieren fan de taken sa't dy omskreaun stean yn kêst 3.1, earste streekje, kêst 19.1, kêst 22 of kêst 25.2 fan it Statút fan it ESSB en fan de ESB, en fierders ek yn dy gefallen dy't yn de rjochtshannelingen fan de Ried neffens kêst 129, lid 4, foarsjoen binne;
- de besluten jaan dy't nedich binne foar it úthieren fan de taken dy't oan it ESSB opdroegen binne troch de Ferdraggen en troch it Statút fan it ESSB en fan de ESB;
- oanbefellingen dwaan en advizen útbringe.

2. De Europeeske Sintrale Bank kin beslute om syn besluten, oanbefellingen en advizen iepenbier te meitsjen.

3. Binnen de grnzen en ûnder de betingsten dy't troch de Ried neffens de proseduere fan kêst 129, lid 4, fêststeld wurde, hat de Europeeske Sintrale Bank it rjocht om ûndernimmings boeten of twangsommen op te lizzen by it net neilibjen fan de ferplichtingen út krêft fan syn feroarderingen en besluten.

### *Kêst 133*

Mei behâld fan de foegen fan de Europeeske Sintrale Bank, stelle it Europeesk Parlemint en de Ried, neffens de gewoane wetjouwingsproseduere, de maatregels fêst dy't nedich binne foar it brûken fan de euro as iennige muntienheid. Dy maatregels wurde fêststeld nei rieplachtsjen fan de Europeeske Sintrale Bank.

## HAADSTIK 3

### YNSTITUSJONELE BEPALINGEN

#### *Kêst 134* (âld kêst 114 FEM)

1. Om de koördinaasje fan it belied fan de lidsteaten te befoarderjen yn de folsleine omfang dy't nedich is foar de wurking fan de ynterne merk, wurdt in Ekonomysk en Finansjeel Komitee ynsteld.

2. It Ekonomysk en Finansjeel Komitee hat as taak om:

- itsij op fersyk fan de Ried of fan de Kommisje, itsij op eigen manneboet advizen oan dy ynstellingen út te bringen;
- de ekonomyske en finansjele situaasje fan de lidsteaten en fan de Uny te folgjen en dêroer geregeldwei oan de Ried en oan de Kommisje ferslach út te bringen, benammen oangeande de finansjele ferhâldingen mei tredde lannen en ynternasjonale ynstellingen;
- mei behâld fan kêst 240, by te dragen oan de taneding fan it wurk fan de Ried, neamd yn de kêsten 66 en 75, kêst 121, lidden 2, 3, 4 en 6, de kêsten 122, 124, 125 en 126, kêst 127, lid 6, kêst 128, lid 2, kêst 129, lidden 3 en 4, kêst 138, kêst 140, lidden 2 en 3, kêst 143, kêst 144, lidden 2 en 3, en yn kêst 219, en om oare advisearjende en tanedende taken dy't de Ried oan it Komitee opdroegen hat, út te fieren;
- op syn minst ienkear jiers de situaasje te ûndersykjen oangeande it kapitaalferkear en de frijheid fan it betellingsferkear, sa't dy it gefolch binne fan de tapassing fan de Ferdraggen en fan maatregels dy't troch de Ried nommen binne; dat ûndersyk giet om alle maatregels oangeande kapitaal- en betellingsferkear; it Komitee bringt de Kommisje en de Ried ferslach út oer de resultaten fan dat ûndersyk.

De lidsteaten, de Kommisje en de Europeeske Sintrale Bank beneame elk op syn heechst twa leden fan it Komitee.

3. De Ried stelt, op útstel fan de Kommisje en nei rieplachtsjen fan de Europeeske Sintrale Bank en it yn dit kêst neamde Komitee, neiere bepalingen fêst oangeande it Ekonomysk en Finansjeel Komitee. De foarsitter fan de Ried bringt it Europeesk Parlemint fan it oanbelangjende beslút op



'e hichte.

4. Neist it útfieren fan de yn lid 2 neamde taken folget it Komitee, as en salang't der lidsteaten mei in derogaasje binne lykas neamd yn kêst 139, de monetêre en finansjele situaasje en de algemene regeling fan it betellingsterkear fan dy lidsteaten op en bringt it dêroer geregeldwei ferslach út oan de Ried en oan de Kommisje.

*Kêst 135*  
(âld kêst 115 FEM)

Foar oangelegenheden dy't ûnder kêst 121, lid 4, kêst 126, útsein lid 14, kêst 138, kêst 140, lid 1, kêst 140, lid 2, earste alinea, kêst 140, lid 3, en kêst 219 falle, kin de Ried of in lidsteat yn it foarkommende gefal de Kommisje fersykje om in oanbefelling of in útstel te dwaan. De Kommisje ûndersiket dat fersyk en leit syn konklúzjes fuortendaliks oan de Ried foar.

HAADSTIK 4

SPEIFIKE BEPALINGEN FOAR DE LIDSTEATEN  
DY'T DE EURO AS MUNT HAWWE

*Kêst 136*

1. Om by te dragen oan de goede wurking fan de ekonomyske en monetêre uny, en neffens de oanbelangjende bepalingen fan de Ferdraggen stelt de Ried, yn oerienstimming mei de proseduere fan kêst 121 of fan kêst 126, neffens hoe't it der hinne leit, útsein de proseduere fan kêst 126, lid 14, maatregels fêst foar de lidsteaten dy't de euro as munt hawwe, om:

- a) de koördinaasje fan en it tafersjoch op harren begruttingsdisipline te fersterkjen;
- b) rjochtsnoeren foar it ekonomyske belied fan dy lidsteaten út te wurkjen, dy't ferienichber wêze moatte mei de rjochtsnoeren dy't foar de hiele Uny fêststeld binne, en om it neikommen derfan te garandearjen.

2. Oangeande de yn lid 1 neamde maatregels hawwe allinnich leden fan de Ried stimpjocht dy't lidsteaten fertsjintwurdigje dy't de euro as munt hawwe.

De kwalifisearre mearderheid fan dy leden wurdt bepaald neffens kêst 238, lid 3, ûnder a).

*Kêst 137*

De neiere regels foar gearkomsten fan de ministers fan de lidsteaten dy't de euro as munt hawwe, wurde fêststeld yn it Protokol oangeande de Eurogroep.

*Kêst 138*  
(âld kêst 111, lid 4, FEM)

1. Om de posysje fan de euro yn it ynternasjonaal monetêr stelsel feilich te stellen, stelt de Ried, op útstel fan de Kommisje, in beslút fêst ynhâldende de mienskiplike stânpunten yn de foerhewwende ynternasjonale finansjele ynstellingen en konferinsjes oer kwestjes dy't foar de Ekonomyske en Monetêre Uny fan bysûnder belang binne. De Ried beslút nei rieplachtsjen fan de Europeeske Sintrale Bank.

2. De Ried kin, op útstel fan de Kommisje, passende maatregels fêststelle mei it each op in mienskiplike fertsjintwurdiging yn de ynternasjonale finansjele ynstellingen en konferinsjes. De Ried beslút nei rieplachtsjen fan de Europeeske Sintrale Bank.

3. Oangeande de maatregels neamd yn de lidden 1 en 2 hawwe allinnich de leden fan de Ried stimrjocht dy't lidsteaten fertsjintwurdigje dy't de euro as munt hawwe.

De kwalifisearre mearderheid fan dy leden wurdt bepaald neffens kêst 238, lid 3, ûnder a).

HAADSTIK 5

OERGONGBEPALINGEN

*Kêst 139*

1. De lidsteaten foar wat de Ried net besletten hat dat hja foldogge oan de nedige betingsten foar it ynfieren fan de euro, wurde tenei "lidsteaten dy't ûnder in derogaasje falle" of "lidsteaten mei in derogaasje" neamd.

2. De ûndersteande bepalingen fan de Ferdraggen binne net fan tapassing op de lidsteaten dy't ûnder in derogaasje falle:

- a) it oannimmen fan de ûnderdielen fan de globale rjochtsnoeren foar it ekonomysk belied dy't yn algemiene sin slaan op de eurosône (kêst 121, lid 2);
- b) twingende maatregels om ûnevenredich grutte tekoarten te ferminderjen (kêst 126, lidden 9 en 11);
- c) doelstellingen en taken fan it ESSB (kêst 127, lidden 1, 2, 3 en 5);
- d) útjefte fan de euro (kêst 128);
- e) rjochtshannelingen fan de Europeeske Sintrale Bank (kêst 132);
- f) maatregels oangeande it brûken fan de euro (kêst 133);

- g) monetêre oerienkomsten en oare maatregels yn ferbân mei it wikselkoersbelied (kêst 219);
- h) oanwizing fan de leden fan de direksje fan de Europeeske Sintrale Bank (kêst 283, lid 2);
- i) besluten ynhâldende mienskiplike stânpunten yn de foechhawwende ynternasjonale finansjele ynstellingen en konferinsjes oer kwestjes dy't foar de ekonomyske en monetêre uny fan bysûnder belang binne (kêst 138, lid 1);
- j) maatregels om in mienskiplike fertsjintwurdiging by de ynternasjonale finansjele ynstellingen en konferinsjes te garandearjen (kêst 138, lid 2).

Dêrom wurdt yn de ûnder a) oant en mei j) neamde punten ûnder "lidsteaten" ferstien "de lidsteaten dy't de euro as munt hawwe".

3. De lidsteaten dy't ûnder in derogaasje falle, en ek harren nasjonale sintrale banken, binne útsletten fan de rjochten en plichten yn it ramt fan it ESSB, neffens Haadstik IX fan it Statút fan it ESSB en fan de ESB.

4. It stamrjocht fan de leden fan de Ried, dy't de lidsteaten mei derogaasje fertsjintwurdige, wurdt tydlik ynlutsen mei it troch de Ried oannimmen fan de maatregels neffens de kâsten neamd yn lid 2, en ek yn de neikommende gefallen:

- a) by it fêststellen fan oanbefellingen dy't yn it ramt fan it multilaterale tafersjoch rjochte wurde oan de lidsteaten dy't de euro as munt hawwe, oanbefellingen oer de stabiliteitsprogramma's en warskôgingen dêrby ynbegrepen (kêst 121, lid 4);
- b) by it oannimmen fan maatregels oangeande ûnevenredich grutte tekoarten oangeande lidsteaten dy't de euro as munt hawwe (kêst 126, lidden 6, 7, 8, 12 en 13).

De kwalifisearre mearderheid fan de oare leden fan de Ried wurdt bepaald neffens kêst 238, lid 3, ûnder a).

#### *Kêst 140*

(âlde kâsten 121, lid 1, 122, lid 2, twadde sin, en 123, lid 3, FEM)

1. Op syn minst ien kear yn de twa jier of op fersyk fan in lidsteat dy't ûnder in derogaasje falt, bringe de Kommisje en de Europeeske Sintrale Bank oan de Ried ferslach út oer de foarútgong dy't der west hat by de lidsteaten dy't ûnder in derogaasje falle, yn ferbân mei it neikommen fan harren ferplichtingen mei it each op it ta stân bringen fan de Ekonomyske en Monetêre Uny. Dy ferslaggen befetsje boppedat in ûndersyk nei de ferienichberheid fan de nasjonale wetjouwing fan elk fan dy lidsteaten, dêrby ynbegrepen it statút fan syn nasjonale sintrale bank, mei kêst 130 en kêst 131 en it Statút fan it ESSB en fan de ESB. Yn dy ferslaggen wurdt ek neigien oft in hege graad fan duorsume konverginsje berikt is; mjitstêf dêrfoar is oft de ôfsûnderlike lidsteaten oan de folgjende kritearia foldogge:

- it berikken fan in hege graad fan priisstabiliteit, dat docht bliken út in ynflaasjepersintaazje dat deun leit by dat fan op syn heechst de trije lidsteaten dy't op it

mêd fan de priisstabiliteit it bêste resultaat berikt hawwe;

- it hâldbere karakter fan de situaasje fan de oerheidsfinânsjes, dat docht bliken út in begruttingssituaasje fan de oerheid sûnder in ûnevenredich grut tekoart yn de sin fan kêst 126, lid 6;
- it yn acht nimmen fan de normale flukтуаasjemarzjes fan it wkselkoersmeganisme fan it Europeesk Monetêr Stelsel, foar op syn minst twa jier, sûnder devaluaasje neffens de euro;
- de duorsumheid fan de troch de lidsteat dy't ûnder in derogaasje falt berikte konverginsje en fan syn dielnimmen oan it wkselkoersmeganisme fan it Europeesk Monetêr Stelsel, dat ta utering komt yn it nivo fan de rinfotet foar de lange termyn.

De fjouwer kritearia dy't yn dit lid neamd binne en de oanbelangjende perioaden dat dêroan foldien wurde moat, wurde nei útwerke yn in Protokol dat oan de Ferdraggen taheakke wurdt. Yn de ferslaggen fan de Kommisje en de Europeeske Sintrale Bank wurdt ek rekken holden mei de resultaten fan de yntegraasje fan de merken, de situaasje en de ûntjouwring fan de rinnende rekkens fan de betellingsbalânzen, en in ûndersyk nei de ûntjouwring fan de leankosten foar in ienheid produkt en oare priis Syndikatoaren.

2. Nei rieplachtsjen fan it Europeesk Parlemint en nei besprek yn de Europeeske Ried beslút de Ried, op útstel fan de Kommisje, hokker lidsteaten mei in derogaasje neffens de kritearia fan lid 1, oan de needsaaklike betingsten foldogge, en lûkt er de derogaasjes fan de oanbelangjende lidsteaten yn.

De Ried beslút, nei in oanbefelling knigen te hawwen fan in kwalifisearre mearderheid fan dyjingen ûnder syn leden dy't de lidsteaten fertsjintwurdigje dy't de euro as munt hawwe. Dy leden hannelje binnen seis moanne nei't de Ried it Kommisje-útstel ûntfongen hat.

De kwalifisearre mearderheid fan dy leden wurdt bepaald neffens kêst 238, lid 3, ûnder a).

3. As neffens de proseduere fan lid 2 besletten wurdt ta it ynlûken fan in derogaasje, stelt de Ried mei ienriedigens fan stimmen fan de lidsteaten dy't de euro as munt hawwe en de oanbelangjende lidsteat, op útstel fan de Kommisje en nei rieplachtsjen fan de Europeeske Sintrale Bank, de koers fêst dêr't de muntienheid fan de oanbelangjende lidsteat tsjin ferfongen wurdt troch de Euro, en nimt er de fierdere maatregels dy't nedich binne foar it ynhieren fan de Euro as ienmichste muntienheid yn de oanbelangjende lidsteat.

#### *Kêst 141*

(âlde kêsten 123, lid 3, en 117, lid 2, fiif earste streekjes, FEM)

1. As en salang't der lidsteaten mei in derogaasje binne, wurdt mei behâld fan itjinge dat bepaald is yn kêst 129, lid 1, de yn kêst 44 fan it Statút fan de ESSB en de ESB neamde Algemiene Ried fan de Europeeske Sintrale Bank foarme as tredde beslútfarmjend orgaan fan de Europeeske Sintrale Bank.

2. As en salangt der lidsteaten mei in derogaasje binne, hat de Europeeske Sintrale Bank oangeande dy lidsteaten de taak om:

- de gearwurking tusken de nasjonale sintrale banken fan de lidsteaten fuort te sterkjen;
- de koördinaasje fan it monetêr belied fan de lidsteaten fuort te sterkjen om priisstabiliteit te garandearjen;
- ta te sjen op de wurking fan it wkselkoersmeganisme;
- oerlis te hawwen oer oangel egenheden dy't ûnder it foech fan de nasjonale sintrale banken falle en dy't fan ynfloed binne op de stabiliteit fan de finansjele ynstellingen en merken;
- de eardere taken út te oefenjen fan it Europeesk Fûns foar monetêre gearwurking, dy't earder oernommen wiene troch it Europeesk Monetêr Ynstitút.

*Kêst 142*  
(âld kêst 124, lid 1, FEM)

Elke lidsteat mei in derogaasje behannelet syn wkselkoersbelied as in oangelegenheid fan mienskiplik belang. Dêrby hâlde de lidsteaten rekken mei de ûnderfining dy't opdien is by de gearwurking yn it ramt fan it wkselkoersmeganisme.

*Kêst 143*  
(âld kêst 119 FEM)

1. Yn it gefal fan swierrichheden of slim dringjende swierrichheden yn de betellingsbalâns fan in lidsteat mei in derogaasje, dy't it gefolch binne itsij fan it ûntbrekken fan it globaal lykwicht fan syn balâns, itsij fan it aard fan syn beskikbere devizen, en dy't benammen de wurking fan de ynterne merk of it ferwêzentlikjen fan de mienskiplike hannelspolityk yn gefaar bringe kinne, ûnderwerpt de Kommisje de situaasje yn dy steat en de maatregels dy't er neffens itjinge dat bepaald is yn de Ferdraggen mei it brûken fan alle middels dy't er ta syn foldwaan hat nommen hat of nimme kin, fuortendaliks oan in ûndersyk. De Kommisje jout de maatregels oan dy't er de oanbelangjende steat oanbefellet.

As bliken docht dat de maatregels nommen troch in lidsteat dy't ûnder in derogaasje falt en oanrikkemandearre troch de Kommisje, net foldwaande binne om de swierrichheden dy't harren oppenearre hawwe of dy't driigje, út 'e wei te romjen, docht de Kommisje, nei rieplachtsjen fan it Ekonomysk en Finansjeel Komitee, oan de Ried oanbefellingen ta wjersidige bystân en de dêrfoar passende maatregels om dy swierrichheden út 'e wei te romjen.

De Kommisje hâldt de Ried geregeldwei op 'e hichte fan de situaasje en de ûntjouwing dêrfan.

2. De Ried ferlient de wjersidige bystân; hy stelt rjochtlinen of besluten fêst dy't de betingsten en de neiere útwurking dêrfan bepale. De wjersidige bystân kin benammen de foarm oannimme fan:

- a) in mienskiplik hanneljen by oare ynternasjonale organisaasjes dêr't de lidsteaten dy't

ûnder in derogaasje falle, in berop op dwaan kinne;

- b) maatregels dy't needsaaklik binne om it ferlizzen fan de hannel foar te wêzen, wannear't de lidsteat dy't ûnder in derogaasje falt en yn swierrichheden sit, kwantitative beheiningen oangeande tredde lannen hanthavenet of op 'en nij ynfiert,
- c) it jaan fan beheinde krediten troch oare lidsteaten, ûnder foarbehâld fan harren tastimming dêrta.

3. As de troch de Kommisje oanrikkemandearre wjersidige bystân troch de Ried net goedkard wurdt of wannear't de goedkardde wjersidige bystân en de nommen maatregels net tanikend binne, machtiget de Kommisje de lidsteat dy't ûnder in derogaasje falt en yn swierrichheden sit om frijwarringsmaatregels te nimmen dêr't er de betingsten en de neiere útwurking fan bepaalt.

De Ried kin dy machtiging ynlûke en dy betingsten en de neiere útwurking feroarje.

*Kêst 144*  
(âld kêst 120 FEM)

1. As him in hommelse krisis yn de betellingsbalâns oppenearret en as in beslút yn de sin fan kêst 143, lid 2, net fuortdaliks nommen wurdt, kin in lidsteat dy't ûnder in derogaasje falt, om himsels te beskermjen, de needsaaklike frijwarringsmaatregels nimme. Dy maatregels moatte sa min mooglik fersteuringen yn de wurking fan de ynterne merk teweibringe en meie net fierder rikke as dat perfoarst nedich is om de hommelse swierrichheden dy't harren oppenearre hawwe, oer te kommen.

2. De Kommisje en de oare lidsteaten moatte fan dy frijwarringsmaatregels op syn lêst op it stuit fan harren yngean op de hichte brocht wurde. De Kommisje kin de Ried wjersidige bystân neffens kêst 143 oanrikkemandearje.

3. Op oanbefelling fan de Kommisje en nei replachtsjen fan it Ekonomysk en Finansjeel Komitee kin de Ried beslute dat de oanbelangjende lidsteat boppeanarde frijwarringsmaatregels feroarje of ynlûke moat of bûten wurking stelle moat.

TITEL IX

**WURKGELEGENHEID**

*Kêst 145*  
(âld kêst 125 FEM)

De lidsteaten en de Uny stribje neffens dizze Titel nei it ûntwikkeljen fan in koördinearre wurkgelegenheidsstratgy, en benammen nei it befoarderjen fan de kwalifisearing, de oplieding en it oanpassingstermogen fan de wurknimmers en ek fan arbeidsmerken dy't by steat binne om yn koarte tiid te reagearen op ekonomyske feroaringen, mei it each op it berikken fan de

doelstellingen fan kêst 3 fan it Ferdrach oangeande de Europeeske Uny.

*Kêst 146*  
(âld kêst 126 FEM)

1. De lidsteaten drage troch harren wurkgelegenheidsbelied by ta it berikken fan de yn kêst 145 neamde doelstellingen op in wize dy't ferienichber is mei de neffens kêst 121, lid 2, oannommen globale rjochtsnoeren foar it ekonomysk belied fan de lidsteaten en fan de Uny.

2. Rekken hâldend mei nasjonale wizânsjes op it mêd fan de ferantwurdlikheden fan de sosjale partners beskôgje de lidsteaten it befoarderjen fan de wurkgelegenheid as in oangelegenheid fan mienskiplike soarch en koördinearje hja harren maatregels op dat mêd binnen de Ried, neffens kêst 148.

*Kêst 147*  
(âld kêst 127 FEM)

1. De Uny draacht by ta in heech wurkgelegenheidsnivo troch gearwurking tusken de lidsteaten te befoarden en harren maatregels te stypjen en, as dat nedich is, oan te foljen. De foegen fan de lidsteaten wurde dêrby earbiedige.

2. By it bepalen en útfieren fan it belied en de aktiviteiten fan de Uny wurdt rekken holden mei de doelstelling fan in heech wurkgelegenheidsnivo.

*Kêst 148*  
(âld kêst 128 FEM)

1. De Europeeske Ried besjocht alle jierren de wurkgelegenheidssituaasje yn de Uny en nimt op grûn dêrfan konklúzjes oan, oan de hân fan in mienskiplik jierterslach fan de Ried en de Kommisje.

2. Op basis fan de konklúzjes fan de Europeeske Ried stelt de Ried alle jierren, op útstel fan de Kommisje en nei rieplachtsjen fan it Europeesk Parlemint, it Ekonomysk en Sosjaal Komitee, it Komitee fan de Regio's en it yn kêst 150 neamde Riejaand Komitee foar de wurkgelegenheid, rjochtsnoeren op, dêr't de lidsteaten yn harren wurkgelegenheidsbelied rekken mei hâlde. Dy rjochtsnoeren moatte ferienichber wêze mei de globale rjochtsnoeren dy't neffens kêst 121, lid 2, oannommen binne.

3. Elke lidsteat leit alle jierren oan de Ried en oan de Kommisje in ferslach foar oer de wichtichste maatregels dy't nommen binne om syn wurkgelegenheidsbelied út te fieren yn it ljocht fan de rjochtsnoeren oangeande wurkgelegenheid dy't yn lid 2 neamd wurde.

4. Op basis fan de yn lid 3 neamde ferslaggen en nei ûntfangst fan de advizen fan it Riejaand Komitee foar de wurkgelegenheid ferrjochtet de Ried alle jierren in ûndersyk nei it útfieren fan it wurkgelegenheidsbelied fan de lidsteaten yn it ljocht fan de rjochtsnoeren oangeande wurkgelegenheid. De Ried kin, op oanbefelling fan de Kommisje, oanbefellingen oan de lidsteaten dwaan as er soks yn it ljocht fan dat ûndersyk gaadlik achtet.

5. Op basis fan de resultaten fan dat ûndersyk bringe de Ried en de Kommisje alle jierren mei-inoar ferslach út oan de Europeeske Ried oer de wurkgelegenheidssituaasje yn de Uny en oer it útfieren fan de rjochtsnoeren oangeande wurkgelegenheid.

*Kêst 149*  
(âld kêst 129 FEM)

It Europeesk Parlemint en de Ried kinne, neffens de gewoane wetjouwingsproseduere en nei rieplachtsjen fan it Ekonomysk en Sosjaal Komitee en it Komitee fan de Regio's, stimulearringsmaatregels oannimme om de gearwurking tusken de lidsteaten te stimulearjen en harren wurkgelegenheidsbelied te stypjen troch inisjatyven, dy't rjochte binne op it ûntwikkeljen fan de útwikseling fan ynformaasje en fan goede ûnderfiningen, op it jaan fan fergelykjende analyzes en advys, en ek op it befoarderjen fan fermjende oanpakken en it hûlkjen fan ûnderfiningen, benammen troch gebrûk te meitsjen fan proefprojekten.

Dy maatregels omfetsje gjin harmonisearring fan de wetlike en bestjoersrjochtlike bepalingen fan de lidsteaten.

*Kêst 150*  
(âld kêst 130 FEM)

Nei rieplachtsjen fan it Europeesk Parlemint stelt de Ried mei gewoane mearderheid in Riejaand Komitee foar de wurkgelegenheid yn mei as doel om de koördinaasje fan it wurkgelegenheids- en arbeidsmerkbelied fan de lidsteaten te befoarderjen. Dat komitee hat as taak om:

- ta te sjen op de wurkgelegenheidssituaasje en it wurkgelegenheidsbelied yn de lidsteaten en de Uny;
- mei behâld fan kêst 240, advizen út te bringen, itsij op fersyk fan de Ried of fan de Kommisje, itsij op eigen manneboet, en by te dragen oan de tarieding fan it yn kêst 148 neamde wurk fan de Ried.

Foar it útfieren fan syn opdracht rieplachtet it komitee de sosjale partners.

Elke lidsteat en de Kommisje beneame elk twa leden fan it komitee.

## TITEL X

### SOSJALE POLITYK

*Kêst 151*  
(âld kêst 136 FEM)

De Uny en de lidsteaten stelle har, yndachtich de sosjale grûnrjochten lykas fêstlein yn it op 18



oktober 1961 yn Turyn ûndertekene Europeesk Sosjaal Hânfêst en yn it Mienskipshânfêst fan de sosjale grûnrjochten fan de wurknimmers fan 1989, as doel: it befoarderjen fan de wurkgelegenheid, it ferbetterjen fan de libbensomstannichheden en de arbeidsbetingsten om sa de ûnderlinge harmonisearring dêrfan fia de wei fan de foarútgong mooglik te meitsjen, in adekwate sosjale beskerming, de sosjale dialooch, de ûntwikkeling fan de minsklike helpboarnen om in duorsum heech wurkgelegenheidsnivo mooglik te meitsjen, en it bestriden fan útsluting.

Mei dat doel fiere de Uny en de lidsteaten maatregels út dêr't rekken yn holden wurdt mei it ferskaat oan nasjonale wizânsjes, benammen op it mêd fan kontraktuele ferhâldingen, en ek mei de needsaak om it konkurrinsjefermogen fan de ekonomy fan de Uny te hanthavenjen.

Hja binne fan betinken dat sa'n ûntjouwing folge sil út sawol de wurking fan de ynterne merk dêr't de harmonisearring fan de sosjale stelsels troch befoardere wurde sil, as út de yn de Ferdraggen bepaalde prosedueres en it tichter byinoar bringen fan wetlike en bestjoersjochtlike bepalingen.

#### *Kêst 152*

De Uny erkent en befoarderet de rol fan de sosjale partners op it nivo fan de Uny, en hâldt dêrby rekken mei de ferskillen tusken de nasjonale stelsels. Hy befoarderet harren ûnderlinge dialooch, mei achtslaan fan harren autonomy.

De tripartite sosjale top foar groei en wurkgelegenheid leveret in bydrage ta de sosjale dialooch.

#### *Kêst 153* (âld kêst 137 FEM)

1. Om de doelstellingen fan kêst 151 te ferwêzentlikjen wurdt it hanneljen fan de lidsteaten op de folgjende mêden troch de Uny stipe en oanfolle:

- a) it ferbetterjen fan benammen it arbeidsmiljeu, om de feilichheid en de sûnens fan de wurknimmers te beskermjen;
- b) de arbeidsbetingsten;
- c) de sosjale sekerheid en de sosjale beskerming fan de wurknimmers;
- d) it beskermjen fan de wurknimmers by it beëinigjen fan de arbeidsoerienkomst;
- e) it ynformearjen en rieplachtsjen fan de wurknimmers;
- f) it fertsjintwurdigjen en kollektyf ferdigjen fan de belangen fan wurknimmers en wurkjouwers, dêrby ynbegrepen de meisizzenskip, ûnder foarbehâld fan lid 5;
- g) de wurkgelegenheidsbetingsten foar steatsboargers fan tredde lannen dy't legaal op it grûngebiet fan de Uny tahâlde;

- h) de yntegraasje fan persoanen dy't fan de arbeidsmerk útsletten binne, mei behâld fan kêst 166;
- i) de gelikensens fan manlju en froulju oangeande harren kânsen op de arbeidsmerk en de behanneling op it wurk;
- j) it bestriden fan sosjale útsluting;
- k) it modernisearjen fan de stelsels foar sosjale beskerming, mei behâld fan punt c).

2. Mei dat doel kinne it Europeesk Parlemint en de Ried:

- a) maatregels oannimme om de gearwurking tusken de lidsteaten te stimulearjen troch inisjatyven om sa de kennis te ferbetterjen, de útwikseling fan ynformaasje en fan goede ûnderfiningen te ûntwikkeljen, fermijende oanpakken te befoarderjen en ûnderfiningen te hifkjen, mar sûnderdat der sprake is fan likefolle hokker foarm fan harmonisearring fan de wetlike en bestjoersrjochtlike bepalingen fan de lidsteaten;
- b) op de yn lid 1, ûnder a) oant en mei i) neamde mêden, troch it útfurdigjen fan rjochtlinen, minimumfoarskriften fêststelle dy't rjochteljens fan tapassing wurde sille, mei achtslaan fan de yn elk fan de lidsteaten besteande omstannichheden en technyske foarskriften. Yn dy rjochtlinen moatte gjin administrative, finansjele en juridyske ferplichtingen oplein wurde dy't de oprjochting en ûntjouwing fan lytse en middelgrutte ûndernimmings yn't paad sitte kinne soene.

It Europeesk Parlemint en de Ried beslute, neffens de gewoane wetjouwingsproseduere en nei rieplachtsjen fan it Ekonomysk en Sosjaal Komitee en it Komitee fan de Regio's. Op de yn lid 1, ûnder c), d), f) en g) neamde mêden beslút de Ried, neffens in bysûndere wetjouwingsproseduere en nei rieplachtsjen fan it Europeesk Parlemint en de beide Komitees, mei ienriedigens fan stimmen.

De Ried kin, op útstel fan de Kommisje en nei rieplachtsjen fan it Europeesk Parlemint, mei ienriedigens fan stimmen beslute dat de gewoane wetjouwingsproseduere fan tapassing is op lid 1, punten d), f) en g).

3. In lidsteat kin de sosjale partners, as hja dêr mei-inoar om freegje, belêstigje mei it útfieren fan de út krêft fan lid 2 fêststelde rjochtlinen of, yn it foarkommende gefal, de úthiening fan in neffens kêst 155 fêststeld beslút fan de Ried.

Yn dat gefal bewissiget de lidsteat him derfan dat de sosjale partners, op syn lêst op de datum dat in rjochtline of in beslút omset of útfierd wêze moat, de nedige maatregels ynfierd hawwe troch de wei fan in oerienkomst; de oanbelangjende lidsteat moat sels alle maatregels nimme om op elk momint garandearje te kinnen dat de resultaten dy't troch dy rjochtline of dat beslút foarskreaun binne helle wurde.

4. De út krêft fan dit kêst fêststelde bepalingen:

- litte it rjocht fan de lidsteaten om de fûnemintele begjinsels fan harren stelsel fan sosjale sekerheid fêst te stellen ûnferoare en meie gjin essinsjele gefolgen hawwe foar it finansjele lykwicht fan dat stelsel;
- kinne lidsteaten net tsinhâlde om strangere beskermingsmaatregels te hanthavenjen of yn te fieren dy't mei de Ferdragen ferienichber binne.

5. Dit kêst is net fan tapassing op de beëanning, it rjocht fan ferieniging, it stakingsrjocht of it rjocht ta útsluting.

*Kêst 154*  
(âld kêst 138 FEM)

1. De Kommisje hat as taak om it rieplachtsjen fan de sosjale partners op nivo fan de Uny te befoardenjen en nimt alle maatregels dy't nuttich wêze kinne om de dialooch tusken de partners makliker te meitsjen troch in lykwichtige stipe oan de partijen.

2. Dêrta konsultearret de Kommisje, eart er útstellen op it mêd fan de sosjale polityk yntsjunnet, de sosjale partners oer de mooglike rjochting fan in maatregel fan de Uny.

3. As de Kommisje nei dy konsultaasje fan betinken is dat hanneljen troch de Uny winsklik is, konsultearret er de sosjale partners oer de ynhâld fan it foaromommen útstel. De sosjale partners litte oan de Kommisje in advys of, yn it foarkommende gefal, in oanbefelling takomme.

4. By de konsultaasjes neamd yn de lidden 2 en 3 kinne de sosjale partners oan de Kommisje meidiele, dat hja it yn kêst 155 neamde proses yn gong sette wolle. Dat proses nimt op syn heechst njonken moanne yn beslach, of it moast wêze dat de oanbelangjende sosjale partners en de Kommisje mei-inoar beslute ta ferlinging.

*Kêst 155*  
(âld kêst 139 FEM)

1. De dialooch tusken de sosjale partners op it nivo fan de Uny kin, as de sosjale partners dat wanske, liede ta kontraktuele ferhâldingen, dêrby ynbegrepen it sluten fan oerienkomsten.

2. It útfieren fan de it op nivo fan de Uny sletten oerienkomsten bart itsj neffens de prosedueres en wazânsjes dy't eigen binne oan de sosjale partners en oan de lidsteaten, itsj, foar saken dy't ûnder kêst 153 falle, op mienskiplik fersyk fan de ûndertekenjende partijen, troch in beslút fan de Ried op útstel fan de Kommisje. It Europeesk Parlemint wurdt dêrfan op 'e hichte brocht.

De Ried beslút mei iennedigens fan stimmen wannear't de oanbelangjende oerienkomsten of mear bepalingen befettet dy't ferbân hâlde mei ien fan de mêden dy't út krêft fan kêst 153, lid 2, iennedigens fan stimmen easkje.

*Kêst 156*  
(âld kêst 140 FEM)

Om de doelstellingen fan kêst 151 te ferwêzentlikjen en mei behâld fan de oare bepalingen fan de Ferdraggen, stimulearret de Kommisje de gearwurking tusken de lidsteaten en makket er de koördinaasje fan harren hanneljen makliker op alle mêden fan de sosjale polityk dy't ûnder dit Haadstik falle, benammen op it mêd fan:

- de wurkgelegenheid;
- it arbeidsrjocht en de arbeidsbetingsten;
- de beropsopheding en de fuortsette foarming;
- de sosjale sekerheid;
- it tefoaren kommen fan arbeidsûngefallen en beropssykten;
- de arbeidshygiêne;
- it rjocht om jin te organisearjen yn fakferieningen en it rjocht op kollektive ûnderhannelingen tusken wurkjouwers en wurknimmers.

Mei dat doel wurket de Kommisje yn nau kontakt mei de lidsteaten gear by it ferrjochtsjen fan stúdzjes, it útbringen fan advizen en it organisearjen fan oerlis oer sawol fraachstikken op nasjonaal nivo as fraachstikken oangeande de ynternasjonale organisaasjes, en benammen by inisjatyven dy't der op rjochte binne om rjochtsnoeren en yndikatorren fêst te stellen, om de útwikseling fan bêste praktiken te regeljen en om de nedige eleminten te sammeljen mei it each op periodike kontrôle en evaluaasje. It Europeesk Parlemint wurdt fol slein op 'e hichte brocht.

De Kommisje neplachtet it Ekonomysk en Sosjaal Komitee, ear't er de advizen lykas beskreaun yn dit kêst útbringt.

*Kêst 157*  
(âld kêst 141 FEM)

1. Elke lidsteat soarget derfoar dat it begjinsel fan gelikense beleanning fan manlike en froulike wurknimmers foar gelikense oflykweardige arbeid tapast wurdt.

2. Under beleanning yn de sin fan dit kêst moat ferstien wurde it gewoane basis- of minimumlean of -salaris en alle oare foardielen, yn jild of yn natuera, dy't de wurknimmer op grûn fan syn tsjinstbetrekking direkt of yndirekt fan de wurkjouwer kriget.

Gelikense beleanning sûnder ûnderskiid fan geslacht hâldt yn:

- a) dat de beleanning foar gelikense arbeid yn stiklean fêststeld wurdt op basis fan in selde mjitstêf;

b) dat de beëanning foar arbeid yn tiidleane deselde is foar in selde funksje.

3. It Europeesk Parlemint en de Ried nimme, neffens de gewoane wetjouwingsproseduere en nei rieplachtsjen fan it Ekonomysk en Sosjaal Komitee, maatregels oan om de tapassing te garandearjen fan it begjinsel fan gelikense kânsen en gelikense behanneling fan manlju en froulju yn wurkgelegenheid en berop, dêrby ynbegrepen it begjinsel fan gelikense beëanning foar gelikense oflykweardige arbeid.

4. Om folleine gelikensens fan manlju en froulju yn it beropslibben yn de praktyk te garandearjen, kin it begjinsel fan gelikense behanneling lidsteaten net tsjinhâlde om maatregels te hanthavenjen of oan te nimmen, dy't spesifike foardielen ynhâlde om it útoefenjen fan in beropsaktiviteit troch it ûnderfertsjintwurdige geslacht makliker te meitsjen of om neidielen yn de beropskarriêre foar te kommen of te kompensearjen.

*Kêst 158*  
(âld kêst 142 FEM)

De lidsteaten stn bje dernei om de besteande lykweardigens fan de bepalingen oangeande betelle fakânsje te hanthavenjen.

*Kêst 159*  
(âld kêst 143 FEM)

De Kommisje stelt alle jierren in ferslach op oer de stân fan it ferwêzentlikjen fan de doelstellingen fan kêst 151, dêrby ynbegrepen de demografyske situaasje yn de Uny. Hy stjoert dat ferslach nei it Europeesk Parlemint, de Ried en it Ekonomysk en Sosjaal Komitee.

*Kêst 160*  
(âld kêst 144 FEM)

De Ried stelt mei gewoane mearderheid, nei rieplachtsjen fan it Europeesk Parlemint, in komitee foar sosjale beskerming mei in advystaak yn om de gearwurking tusken de lidsteaten ûnderinoar en mei de Kommisje op it mêd fan de sosjale beskerming te befoardenjen. It komitee hat as taak om:

- ta te sjen op de sosjale situaasje en de ûntwikkeling fan it belied oangeande sosjale beskerming yn de lidsteaten en de Uny;
- de útwikseling fan ynformaasje, ûnderfiningen en goede praktiken tusken de lidsteaten ûnderinoar en mei de Kommisje makliker te meitsjen;
- mei behâld fan kêst 240, ferslaggen op te stellen, advizen út te bringen of om oare aktiviteiten te ûntwikkeljen op mêden dy't ûnder syn foech falle, itsij op fersyk fan de Ried of de Kommisje, itsij op eigen manneboet.

Foar it útfieren fan syn opdracht leit it komitee de nedige kontakten mei de sosjale partners.

Elke lidsteat en de Kommissje beneame twa leden fan it komitee.

*Kêst 161*  
(âld kêst 145 FEM)

It jierferslach fan de Kommissje oan it Europeesk Parlemint befettet in ôfsûnderlik haadstik oer de ûntjouwing fan de sosjale situaasje yn de Uny.

It Europeesk Parlemint kin de Kommissje fersykje om ferslaggen op te stellen oer bysûndere fraachstikken oangeande de sosjale situaasje.

## TITEL XI

### IT EUROPEESK SOSJAAL FÛNS

*Kêst 162*  
(âld kêst 146 FEM)

Om de wurkgelegenheid foar de wurknimmers yn de ynterne merk te ferbetterjen en sadwaande by te dragen oan de ferheging fan it libbenspeil, wurdt yn it ramt fan de neikommende bepalingen in Europeesk Sosjaal Fûns oprjochte; dat Fûns hat as doel om binnen de Uny it oan it wurk stellen makliker te meitsjen en de geografyske en beropsmobilitet fan de wurknimmers te befoarderjen, en ek de oanpassing oan feroaringen yn it bedriuwslibben en yn produksjestelsels makliker te meitsjen, benammen troch beropsoplieding en omskoalling.

*Kêst 163*  
(âld kêst 147 FEM)

It behear fan it Fûns leit by de Kommissje.

De Kommissje wurdt yn dy taak bystien troch in komitee dat ûnder it foarsitterskip stiet fan in lid fan de Kommissje en gearstald is út fertsjintwurdigers fan de regearingen en fan de fakferieningen fan wurknimmers en fan wurkjouwers.

*Kêst 164*  
(âld kêst 148 FEM)

It Europeesk Parlemint en de Ried stelle, neffens de gewoane wetjouwingsproseduere en nei rieplachtsjen fan it Ekonomysk en Sosjaal Komitee en it Komitee fan de Regio's, de útfieringsferoarderingsen oangeande it Europeesk Sosjaal Fûns fêst.

## TITEL XII

### ÛNDERWIIS, BEROPSOPLIEDING, JONGEREIN EN SPORT

*Kêst 165*  
(âld kêst 149 FEM)

1. De Uny draacht by ta de ûntwikkeling fan ûnderwiis fan heech gehalte troch gearwurking tusken de lidsteaten te stimulearjen en, as soks medich is, troch harren aktiviteiten te stypjen en oan te foljen, mei follesteine earbiediging fan de ferantwurdlikheid fan de lidsteaten foar de ynhâld fan it ûnderwiis en de opset fan it ûnderwiisstelsel en fan harren kultureel en taalkundich ferskaat.

De Uny draacht by ta de befoarderding fan de Europeeske ynset op it mêd fan sport, rekken hâldend mei syn spesifike skaaimerken, syn op frijwilligerswurk basearre struktueren en syn sosjale en edukative funksje.

2. It hanneljen fan de Uny is derop rjochte om:

- de Europeeske diminsje yn it ûnderwiis ta ûntwikkeling te bringen, benammen troch ûnderrjocht yn en fersprieding fan de talen fan de lidsteaten;
- de mobiliteit fan studinten en dosinten te befoarderjen, mei troch it befoarderjen fan de akademyske erkenning fan diploma's en stúdzjeperiodes;
- de gearwurking tusken de ûnderwiisinstellingen te befoarderjen;
- de útwikseling te befoarderjen fan ynformaasje en ûnderfining oangeande de mienskiplike fraachstikken dêr't de ûnderwiisstelsels fan de lidsteaten mei konfrontearre wurde;
- de ûntwikkeling fan útwikselingsprogramma's foar jongerein en jongereinwurkers te befoarderjen en it dielnimmen fan jongerein oan it demokratysk libben fan Europa oan te moedigjen;
- de ûntwikkeling fan it ûnderwiis op ôfstân te stimulearjen.
- de Europeeske diminsje fan de sport te ûntwikkeljen, troch de earlikheid en de iepenheid fan de sportkompetysjes en de gearwurking tusken de ferantwurdlike sportorganisaasjes te befoarderjen, en troch de fyske en morele yntegriteit fan sportlju, benammen jonge sporters, te beskermjen.

3. De Uny en de lidsteaten befoarderje de gearwurking mei tredde lannen en mei de ynternasjonale organisaasjes dy't dwaande binne op it mêd fan ûnderwiis en sport, dêrûnder benammen de Ried fan Europa.

4. Om by te dragen ta it ferwêzentlikjen fan de doelstellingen fan dit kêst:

- nimme it Europeesk Parlemint en de Ried, neffens de gewoane wetjouwingsproseduere en nei rieplachtsjen fan it Ekonomysk en Sosjaal Komitee en it Komitee fan de Regio's, stimulearringsmaatregels oan, mar sûnderdat der sprake is fan likefolle hokker foarm fan harmonisearring fan de wetlike en bestjoersrjochtlike bepalingen fan de lidsteaten,
- nimt de Ried, op útstel fan de Kommisje, oanbefellingen oan.

*Kêst 166*  
(âld kêst 150 FEM)

1. De Uny fiert oangeande beropsoplieding in belied út dêr't de aktiviteiten fan de lidsteaten troch fersterke en oantold wurde, mei folslein earbiedigen fan de ferantwurdlikheid fan de lidsteaten foar de ynhâld en de opset fan de beropsoplieding.

2. It hanneljen fan de Uny is derop rjochte om

- de oanpassing oan feroanngen yn it bedruwslibben makliker te meitsjen, benammen troch beropsoplieding en omskoalling;
- troch ferbettering fan de inijsjele beropsoplieding en fan by- en neiskoalling, de yntegraasje en de reyntegraasje op de arbeidsmerk te befoarderjen;
- de tagong ta beropsopliedingen makliker te meitsjen en de mobiliteit fan oplieders en learlingen, benammen jongerein, te befoarderjen;
- de gearwurking oangeande oplieding tusken ûnderwiis- of opliedingsynstellingen en ûndernimmingsen te befoarderjen;
- de útwikseling te befoarderjen fan ynformaasje en ûndertuning oangeande de mienskiplike traachstikken dêr't de opliedingsstelsels fan de lidsteaten mei konfrontearre wurde.

3. De Uny en de lidsteaten befoarderje de gearwurking mei tredde lannen en mei de ynternasjonale organisaasjes dy't dwaande binne op it mêd fan it beropsûnderwiis.

4. It Europeesk Parlemint en de Ried nimme, neffens de gewoane wetjouwingsproseduere en nei rieplachtsjen fan it Ekonomysk en Sosjaal Komitee en it Komitee fan de Regio's, maatregels oan dy't bydrage ta it ferwêzentlikjen fan de doelstellingen fan dit kêst, mar sûnderdat der sprake is fan likefolle hokker foarm fan harmonisearring fan de wetlike en bestjoersrjochtlike bepalingen fan de lidsteaten, en de Ried nimt, op útstel fan de Kommisje, oanbefellingen oan.



## TITEL XIII

### KULTUER

*Kêst 167*  
(âld kêst 151 FEM)

1. De Uny draacht by ta de ûntjouwwing fan de kultueren fan de lidsteaten ûnder earbiediging fan it nasjonale en regionale ferskaat fan dy kultueren, mar leit tagelyk ek de klam op it mienskiplik kultureel erfgoed.

2. It hanneljen fan de Uny is derop rjochte om gearwurking tusken de lidsteaten te stimulearjen en, as soks nedich is, om harren aktiviteiten op de folgjende mêden te stypjen en oan te foljen:

- ferbettering fan de kennis en fersprieding fan de kultuer en de skiednis fan de Europeeske folken;
- behâld en beskerming fan it kultureel erfgoed fan Europeesk belang,
- kulturele útwikseling op net-kommersjele basis;
- skeppend wurk op artistyk en literêr mêd, ek yn de audiofisuele sektor.

3. De Uny en de lidsteaten befoarderje de gearwurking mei tredde lannen en mei de ynternasjonale organisaasjes dy't dwaande binne op it mêd fan kultuer, dêrûnder benammen de Ried fan Europa.

4. De Uny hâldt by syn hanneljen op grûn fan oare bepalingen fan de Ferdraggen rekken mei de kulturele aspekten, benammen om it kulturele ferskaat te earbiedigjen en te befoarderjen.

5. Om by te dragen ta it ferwêzentlikjen fan de doelstellingen fan dit kêst:

- nimme it Europeesk Parlemint en de Ried, neffens de gewoane wetjouwingsproseduere en nei rieplachtsjen fan it Komitee fan de Regio's, stimulearringsmaatregels oan, mar sûnderdat der sprake is fan likefolle hokker foarm fan harmonisearing fan de wetlike en bestjoersjochtlike bepalingen fan de lidsteaten;
- nimt de Ried, op útstel fan de Kommisje, oanbefellingen oan.

TITEL XIV  
FOLKSSÛNENS

*Kêst 168*  
(âld kêst 152 FEM)

1. By it bepalen en útfieren fan alle belied en hanneljen fan de Uny wurdt in heech nivo fan beskerming fan de minsklike sûnens garandearre.

It hanneljen fan de Uny, dat in oanfolling foarmet op it nasjonale belied, is rjochte op it ferbetterjen fan de folkssûnens, de previnsje fan sykten by minsken en ek it tsjungean fan omstannichheden dy't in gefaar ynhâlde foar de lichaamlike en geastlike sûnens. Dat hanneljen omfettet it bestriden fan grutte bedrigingen fan de sûnens, troch it befoarderjen fan ûndersyk nei de oarsaken, de oerdracht en de previnsje dêrfan, en ek troch it befoarderjen fan foarljochting en ûnderwiis op it mêd fan 'e sûnens; boppedat omfettet dat hanneljen ek de kontrôle fan, it yntiids warskôgjen by en it bestriden fan slimme bedrigingen oer de grinzen hinne fan de sûnens.

De Uny follet de maatregels fan de lidsteaten oan dy't rjochte binne op it ferminderjen fan skea oan de sûnens troch drugsgebrûk, dêrby ynbegrepen foarljochting en previnsje.

2. De Uny stimulearret gearwurking tusken de lidsteaten op de mêden dy't yn dit kêst neamd wurde en stipet harren hanneljen as dat nedich is. Hy befoarderet benammen dat de lidsteaten gearwurkje om de komplementariteit fan harren sûnenstjinsten yn de grinsregio's te ferbetterjen.

De lidsteaten koördinearje ûnderinoar, yn kontakt mei de Kommissje, harren belied en programma's op de yn lid 1 neamde mêden. De Kommissje kin, yn nau kontakt mei de lidsteaten, alle inisjativen nimme dy't befoarderlik binne foar dy koördinaasje, benammen inisjativen dy't rjochte binne op it fêststellen fan rjochtsnoeren en yndikatoaren, it organisearjen fan de útwikseling fan bêste praktiken en it sammeljen fan de nedige eleminten mei it each op periodike kontrôle en evaluaasje. It Europeesk Parlemint wurdt folslein op 'e hichte holden.

3. De Uny en de lidsteaten befoarderje de gearwurking mei tredde lannen en mei de ynternasjonale organisaasjes dy't dwaande binne op it mêd fan de folkssûnens.

4. Yn ôfwiking fan kêst 2, lid 5, en kêst 6, ûnder a) drage it Europeesk Parlemint en de Ried yn oerienstimming mei kêst 4, lid 2, ûnder k), neffens de gewoane wetjouwingsproseduere en nei neplachtjen fan it Ekonomysk en Sosjaal Komitee en it Komitee fan de Regio's, mei de neikommende maatregels by ta it ferwêzentlikjen fan de doelstellingen neamd yn dit kêst, om mienskiplike feilichheidskwestjes oan te pakken:

- a) maatregels dy't derfoar soargje dat der hege kwaliteits- en feilichheidseasken steld wurde oan organen en stoffen fan minsklike oarsprong, en ek oan bloed en bloedprodukten; sokke maatregels kinne lidsteaten net tsjinhâlde om strangere beskermingsmaatregels te hanthavenjen of yn te fieren;

- b) maatregels op it mêd fan diergenêskunde en plantesykten, dy't streekrjocht de beskerming fan de folkssûnens as doel hawwe;
- c) maatregels dy't derfoar soargje dat der hege kwaliteits- en feilichheidseasken steld wurde oan medisinen en medyske helpmiddels.

5. It Europeesk Parlemint en de Ried kinne, sûnderdat der sprake is fan likefolle hokker foarm fan harmonisearring fan de wetlike en bestjoersjochtljke bepalingen fan de lidsteaten, neffens de gewoane wetjouwingsproseduere en nei rieplachtsjen fan it Ekonomysk en Sosjaal Komitee en it Komitee fan de Regio's, ek stimulearringsmaatregels fêststelle dy't rjochte binne op it beskermjen en ferbetterjen fan de minsklike sûnens en benammen op it bestriden fan grutte bedriingen fan 'e sûnens oer de grinzen hinne, en ek maatregels oangeande de kontrôle fan, it yntuds warskôgen by en it bestriden fan slimme bedriingen fan 'e sûnens oer de grinzen hinne, en ek maatregels dy't streekrjocht ferbân hâlde mei it beskermjen fan de folkssûnens as it giet om tabaksferbrûk en misbrûk fan alkohol.

6. De Ried kin, op útstel fan de Kommisje, ek oanbefellingen oannimme mei it each op de doelstellingen neamd yn dit kêst.

7. De ferantwurdlikheden fan de lidsteaten omfetsje it behear fan de sûnenssoarch en de medyske fersoarging, en ek de allokaasje fan middels dy't dêrfoar beskikber steld wurde. De yn lid 4, ûnder a) neamde maatregels litte de nasjonale foarskriften oangeande donaasje en medysk gebrûk fan organen en bloed yn wêzen.

## TITEL XV

### KONSUMINTEBESKERMING

*Kêst 169*  
(âld kêst 153 FEM)

1. Om de belangen fan de konsuminten te befoarderjen en in heech nivo fan konsumintebeskerming te garandearjen, draacht de Uny by ta it beskermjen fan de sûnens, de feilichheid en de ekonomyske belangen fan de konsuminten en ek ta it befoarderjen fan harren rjocht op foarljochting en foarming, en harren rjocht fan ferieniging om harren belangen te behertigjen.

2. De Uny draacht by ta it ferwêzentlikjen fan de yn lid 1 neamde doelstellingen troch:

- a) maatregels dy't er op grûn fan kêst 114 yn it ramt fan it ta stân bringen fan de ynterne merk nimt;
- b) maatregels om it belied fan de lidsteaten te stypjen, oan te foljen en te kontrolearjen.

3. It Europeesk Parlemint en de Ried nimme neffens de gewoane wetjouwingsproseduere en nei rieplachtsjen fan it Ekonomysk en Sosjaal Komitee, de maatregels neamd yn lid 2, ûnder b) oan.

4. De op grûn fan lid 3 oannommen maatregels kinne lidsteaten net tsjinhâlde om strangere beskermingsmaatregels te hanthavenjen of yn te fieren. Dy maatregels moatte ferienichber wêze mei de Ferdraggen. Sy wurde meidield oan de Kommisje.

## TITEL XVI

### TRANS-EUROPEESKE NETWURKEN

#### *Kêst 170* (âld kêst 154 FEM)

1. Om by te dragen oan it ferwêzentlikjen fan de doelstellingen yn de kêsten 26 en 174, en om de boargers fan de Uny, de ekonomyske aktoaren, en ek de regionale en lokale mienskippen by steat te stellen om folslein te profitearjen fan de foardielen dy't út it ta stân kommen fan in romte sûnder binnengrinzen folgje, draacht de Uny by ta it ta stân bringen en it ûntwikkeljen fan trans-Europeeske netwurken foar ynfrastuktuer op it mêd fan ferfier, telekommunikaasje en enerzjy.

2. Yn it ramt fan in stelsel fan iepen en konkurrearjende merken is it hanneljen fan de Uny rjochte op it befoarderjen fan de ûnderlinge keppeling en ynteroperabiliteit fan de nasjonale netwurken, en ek fan de tagong ta dy netwurken. Dêrby wurdt benammen rekken holden mei de needsaak om de eilânregio's en ek de net oan see lizzende en perifeare regio's te ferbinen mei de sintrale regio's fan de Uny.

#### *Kêst 171* (âld kêst 155 FEM)

1. Foar it ferwêzentlikjen fan de doelstellingen neamd yn kêst 170:

- stelt de Uny in gehiel fan rjochtsnoeren op oangeande de doelstellingen, de prioriteiten en de grutte halen fan de maatregels dy't op it mêd fan trans-Europeeske netwurken yn berne nommen binne; yn dy rjochtsnoeren wurde projekten fan mienskiplik belang oantsjut;
- nimt de Uny alle maatregels dêr't it net sûnder liket te kinnen om de ynteroperabiliteit fan de netwurken te garandearjen, benammen op it mêd fan de harmonisearing fan de technyske noarmen;
- kin de Uny stipe jaan oan projekten fan mienskiplik belang dy't troch de lidsteaten stipe wurde en dy't oantsjut binne yn it ramt fan de yn it earste streekje neamde rjochtsnoeren, benammen yn de foarm fan útfierberheidsstúdzjes, garânsjes foar lieningen, of rintesubsydzjes; de Uny kin ek fia it Koheezjefûns dat neffens kêst 177 oprjochte is, bydrage oan de finansiering fan spesifike projekten yn lidsteaten op it mêd fan de ferfiersynfrastruktuer.

By it hanneljen fan de Uny wurdt rekken holden mei de potinsjele ekonomyske libbensfetberheid

fan de projekten.

2. De lidsteaten koördinearje ûnderinoar, yn kontakt mei de Kommisje, it nasjonale belied dat fan grutte ynfloed wêze kin op it ferwêzentlikjen fan de yn kêst 170 omskreaune doelstellingen. De Kommisje kin yn hechte gearwurking mei de lidsteaten alle inisjativen nimme dy't befoarderlik binne foar dy koördinaasje.

3. De Uny kin beslute mei tredde lannen gear te wurkjen om projekten fan mienskiplik belang te befoarderjen en de ynteroperabiliteit fan de netwurken te garandearjen.

*Kêst 172*  
(âld kêst 156 FEM)

De rjochtsnoeren en oare maatregels yn de sin fan kêst 171, lid 1, wurde troch it Europeesk Parlemint en de Ried fêststeld, neffens de gewoane wetjouwingsproseduere en nei rieplachtsjen fan it Ekonomysk en Sosjaal Komitee en it Komitee fan de Regio's.

Foar rjochtsnoeren en projekten fan mienskiplik belang dy't it grûngebiet fan in lidsteat reitsje, is de goedkarring fan de oanbelangjende lidsteat needsaaklik.

TITEL XVII

YNDUSTRY

*Kêst 173*  
(âld kêst 157 FEM)

1. De Uny en de lidsteaten steane der noed foar dat de omstannichheden dy't nedich binne foar it konkurrinsjefermogen fan de yndustry fan de Uny oanwêzich binne.

Dêrta is harren hanneljen, neffens in systeem fan iepen en konkurrearjende merken, derop rjochte om:

- de oanpassing fan de yndustry oan strukturele feroaringen avensearje te litten;
- in klimaat te befoarderjen dat geunstich is foar it ûntwikkeljen fan inisjativen en foar de ûntjouwing fan ûndernimmingsen yn de hiele Uny, benammen fan it midden- en lytsbeduw;
- in klimaat te befoarderjen dat geunstich is foar de gearwurking tusken ûndernimmingsen;
- te befoarderjen dat better gebrûk makke wurdt fan it yndustriële potinsjeel yn it belied oangeande ynnovaasje, ûndersyk en technologyske ûntwikkeling.

2. De lidsteaten hawwe, yn kontakt mei de Kommisje, ûnderinoar oerlis en koördinearje,

foarsafiert dat nedich is, harren aktiviteiten. De Kommisje kin inisjativen nimme dy't befoarderlik binne foar dy koördinaasje, benammen inisjativen om rjochtsnoeren en yndikatorren fêst te stellen, de útwikseling fan bêste praktiken te regeljen en de nedige eleminten mei it each op periodike kontrôle en evaluaasje te sammeljen. It Europeesk Parlemint wurdt folslein op 'e hichte brocht.

3. De Uny draacht troch syn belied en hanneljen, dat er op grûn fan oare bepalingen fan de Ferdraggen útfiert, by ta it ferwêzentlikjen fan de doelstellingen fan lid 1. It Europeesk Parlemint en de Ried kinne, neffens de gewoane wetjouwingsproseduere en nei rieplachtsjen fan it Ekonomysk en Sosjaal Komitee, spesifike maatregels fêststelle om de maatregels te stypjen dy't yn de lidsteaten nommen wurde om de doelstellingen fan lid 1 te ferwêzentlikjen, sûnderdat der sprake is fan likefolle hokker foarm fan harmonisearring fan de wetlike en bestjoersjochtlike bepalingen fan de lidsteaten.

Dizze Titel jout gjin grûnslach oan de Uny om maatregels te nimmen dy't liede kinne ta ferfalsking fan de konkurrinsje of dy't belestingfoarskriften of bepalingen oangeande de rjochten en belangen fan wurknimmers ynhâlde.

## TITEL XVIII

### EKONOMYSKE, SOSJALE EN TERRITORIALE GEARHING

#### *Kêst 174* (âld kêst 158 FEM)

Om de harmoanyske ûntjouwring fan de Uny yn syn gehiel te befoarderjen, ûntwikkelet de Uny in belied rjochte op it fuortsterkjen fan de ekonomyske, sosjale en territoriale gearhing en fiert dat út.

De Uny stelt him benammen as doel om de ferskillen tusken de ûntwikkelingsnivo's fan de ûnderskate regio's en de efterstân fan de minst begunstige regio's lytser te meitsjen.

Wat dy regio's oanbelanget wurdt bysûnder omtinken jûn oan de plattelânsgebieten, de regio's dy't in yndustrieel oergongsproses trochmeitsje, en de regio's mei slimme en permaninte natuerlike of demografyske neidielen, lykas de meast noardlike regio's dy't hiel tin befolke binne, en ek eilân-, grins- en berchregio's.

#### *Kêst 175* (âld kêst 159 FEM)

De lidsteaten fiere harren ekonomyske belied en koördinearje dat mei it each op it ferwêzentlikjen fan de doelstellingen fan kêst 174. It fêststellen en útfieren fan it belied en fan de maatregels fan de Uny, en ek it ta stân bringen fan de ynterne merk, hâlde rekken mei de doelstellingen fan kêst 174 en drage by ta it ferwêzentlikjen dertan. De Uny stapet dy ynspanningen boppedat troch syn belied, dat er mei help fan de struktuerfûnsen (Europeesk

Oriëntaasje- en Garânsjefûns foar de Lânbou, ôfdieling Oriëntaasje, Europeesk Sosjaal Fûns, Europeesk Fûns foar Regionale Untjouwing), de Europeeske Ynvestearingsbank en de oare besteande finansieringsynstruminten fiert.

De Kommisje bringt om de trije jier oan it Europeesk Parlemint, de Ried, it Ekonomysk en Sosjaal Komitee en it Komitee fan de Regio's ferslach út oer de foarútgong dy't der west hat by it ferwêzentlikjen fan de ekonomyske, sosjale en territoriale gearhing, en ek oer de wize hoe't de ferskate middels dy't yn dit kêst foarsjoen binne, dêrta bydroegen hawwe. By dat ferslach sitte yn it foarkommende gefal passende útstellen.

As bliken docht dat spesifike maatregels bûten de fûnsen om needsaaklik binne, kinne sokke maatregels, mei behâld fan de maatregels dêr't yn it ramt fan oar belied fan de Uny ta besletten wurdt, troch it Europeesk Parlemint en de Ried fêststeld wurde neffens de gewoane wetjouwingsproseduere en nei rieplachtsjen fan it Ekonomysk en Sosjaal Komitee en it Komitee fan de Regio's.

*Kêst 176*  
(âld kêst 160 FEM)

It Europeesk Fûns foar Regionale Untjouwing is bedoeld om in bydrage te leverjen oan it korrigearen fan de foarnaamste regionale ûnevenwichtichheden yn de Uny troch diel te nimmen oan de ûntwikkeling en strukturele oanpassing fan regio's mei in ûntwikkelingsferstân en oan de omstrukturearring fan yndustrygebieten dy't yn it neigean binne.

*Kêst 177*  
(âld kêst 161 FEM)

Mei behâld fan kêst 178 stelle it Europeesk Parlemint en de Ried, neffens de gewoane wetjouwingsproseduere, troch de wei fan feroarderingen en nei rieplachtsjen fan it Ekonomysk en Sosjaal Komitee en it Komitee fan de Regio's, de prioritêre doelstellingen en de organisaasje fan de strukturfûnsen fêst, dat ek gearfoeging fan de fûnsen omfetsje kin. Neffens deselde proseduere wurde boppedat de algemiene regels fêststeld dy't foar dy fûnsen jilde, en ek de bepalingen dy't nedich binne foar de effektive wurking fan de fûnsen en foar de koördinaasje tusken de fûnsen, sawol ûnderinoar as ek mei de oare besteande finansieringsynstruminten.

In neffens deselde proseduere oprjochte Koheezjefûns leveret in finansjelle bydrage oan projekten op it mêd fan milieu en trans-Europeeske netwurken yn de sfear fan de ferfersynfrastruktuer.

*Kêst 178*  
(âld kêst 162 FEM)

De úthieringsferoardenngen oangeande it Europeesk Fûns foar Regionale Untjouwing wurde troch it Europeesk Parlemint en de Ried fêststeld, neffens de gewoane wetjouwingsproseduere en nei rieplachtsjen fan it Ekonomysk en Sosjaal Komitee en it Komitee fan de Regio's.

Oangeande it Europeesk Oriëntaasje- en Garânsjefûns foar de Lânbou, ôfdieling Oriëntaasje, en it Europeesk Sosjaal Fûns bluwe de kêsten 43 respektivelik 164 fan tapassing.

## TITEL XIX

### ÛNDERSYK, TECHNOLOGYSKE ÛNTWIKKELING EN ROMTE(FEART)

*Kêst 179*  
(âld kêst 163 FEM)

1. De Uny hat ta doel om syn wittenskiplike en technologyske grûnslaggen te fersterkjen troch in Europeeske ûndersyksromte ta stân te bringen dêr't ûndersikers, wittenskiplike kennis en technologyen frij yn sirkularje, om oan de ûntjouwing fan it konkurransefermogen fan de Uny en fan syn yndustry by te dragen en om de ûndersyksaktiviteiten te befoarderjen dy't op grûn fan oare haadstikken fan de Ferdraggen nedich achte wurde.

2. Mei dat doel stimulearret er yn de hiele Uny de ûndernimmingsen – dêrby ynbegrepen de lytse en middel grutte ûndernimmingsen –, de ûndersykssintra en de universiteiten by harren ynspanningen op it mêd fan heechwaardich ûndersyk en heechwaardige technologyske ûntwikkeling; hy stipet harren stribjen om te kommen ta ûnderlinge gearwurking, merdat foaral ûndersikers by steat stelde wurde om sûnder behindersingen oer de grinzen hinne gear te wurkjen, en ûndernimmingsen by steat steld wurde om folslein gebrûk te meitsjen fan de mooglikheden fan de ynterne merk, benammen troch iepenstelling fan de nasjonale oerheidsopdrachten, fêststelling fan mienskiplike noarmen en opheffing fan de wetlike en fiskale behindersingen dy't dy gearwurking yn 'e wei stean.

3. Alle aktiviteiten fan de Uny op grûn fan de Ferdraggen, demonstraasjeprojekten dêrby ynbegrepen, wurde op it mêd fan ûndersyk en technologyske ûntwikkeling fêststeld en útfierd neffens itjinge dat bepaald is yn dizze Titel.

*Kêst 180*  
(âld kêst 164 FEM)

Foar it ferwêzentlikjen fan dy doelstellingen ûndernimt de Uny de folgjende aktiviteiten, dy't de aktiviteiten fan de lidsteaten oanfolje:

- a) útfiering fan programma's foar ûndersyk, technologyske ûntwikkeling en demonstraasje, dêr't de gearwurking mei en tusken ûndernimmingsen, ûndersykssintra en universiteiten troch befoardere wurdt;
- b) befoardering fan de gearwurking oangeande ûndersyk, technologyske ûntwikkeling en demonstraasje fan de Uny mei tredde lannen en ynternasjonale organisaasjes;
- c) fersprieding en it gebrûk meitsjen fan de resultaten fan de aktiviteiten oangeande ûndersyk, technologyske ûntwikkeling en demonstraasje fan de Uny;
- d) befoardering fan de oplieding en mobiliteit fan de ûndersikers yn de Uny.



*Kêst 181*  
(âld kêst 165 FEM)

1. De Uny en de lidsteaten koördinearje harren aktiviteiten op it mêd fan ûndersyk en technologyske ûntwikkeling, mei as doel om de ûnderlinge gearhing tusken it beheid fan de lidsteaten en it beheid fan de Uny te fersekerjen.

2. De Kommissje kin yn hechte gearwurking mei de lidsteaten alle inisjativen nimme dy't befoarderlik binne foar de yn lid 1 neamde koördinaasje, benammen inisjativen om rjochtsnoeren en yndikatoaren fêst te stellen, de útwikseling fan bêste praktiken te organisearjen en te soargjen foar de eleminten dy't nedich binne foar periodike kontrôle en evaluaasje. It Europeesk Parlemint wurdt folslein op 'e hichte brocht.

*Kêst 182*  
(âld kêst 166 FEM)

1. It Europeesk Parlemint en de Ried stelle, neffens de gewoane wetjouwingsproseduere en nei rieplachtsjen fan it Ekonomysk en Sosjaal Komitee, in mearjierrich ramtprogramma fêst dêr't alle aktiviteiten fan de Uny yn opnommen binne.

Yn dat ramtprogramma:

- wurde de wittenskiplike en technologyske doelstellingen fêststeld dy't mei de aktiviteiten yn de sin fan kêst 180 ferwêzentlike wurde moatte, en ek de dêrmei gearhingende prioriteiten;
- wurde de grutte halen fan dy aktiviteiten oanjûn;
- wurde it totale maksimumbedrach fan en neiere regels foar it finansjeel dielnimmen fan de Uny oan it ramtprogramma en ek de ûnderskate dielbedraggen foar elk fan de foarnommen aktiviteiten fêststeld.

2. It ramtprogramma wurdt neffens de ûntjouwning fan de situaasje oanpast of oanfolle.

3. It ramtprogramma wurdt útfierd mei help fan spesifike programma's dy't foar elk fan dy aktiviteiten ûntwikkele wurde. Yn elk spesifyk programma wurde neiere bepalingen foar de útfiering en foar de doer dêrfan fêststeld, en ek foar de needsaaklik achte middels. It totaal fan de needsaaklik achte bedraggen, dy't yn de spesifike programma's fêststeld binne, mei net útkomme boppe it totale maksimumbedrach dat fêststeld is foar it ramtprogramma en foar elke ôfsûnderlike aktiviteit.

4. De Ried stelt de spesifike programma's, neffens in bysûndere wetjouwingsproseduere en nei rieplachtsjen fan it Europeesk Parlemint en it Ekonomysk en Sosjaal Komitee, fêst.

5. As oantfolling op de aktiviteiten dy't yn it mearjierrich ramtprogramma pland binne, stelle it

Europeesk Parlemint en de Ried, neffens de gewoane wetjouwingsproseduere en nei rieplachtsjen fan it Ekonomysk en Sosjaal Komitee, de maatregels fêst dy't nedich binne om de Europeeske ûndersyksromte te realisearjen.

*Kêst 183*  
(âld kêst 167 FEM)

Foar it útfieren fan it mearjierrich ramtprogramma bepaalt de Uny:

- de regels foar it dielnimmen fan ûndernimmings, ûndersykssintra en universiteiten;
- de regels foar it fersprieden fan de ûndersyksresultaten.

*Kêst 184*  
(âld kêst 168 FEM)

By it útfieren fan it mearjierrich ramtprogramma kin besletten wurde ta oanfoljende programma's dêr't allinnich oan dielnommen wurdt troch bepaalde lidsteaten, dy't noed stean foar de finansiering dêrfan, ûnder foarbehâld fan in eventueel dielnimmen fan de Uny.

De Uny stelt de regels foar de oanfoljende programma's fêst, benammen oangeande de fersprieding fan de kennis en de tagong fan oare lidsteaten.

*Kêst 185*  
(âld kêst 169 FEM)

By it útfieren fan it mearjierrich ramtprogramma kin de Uny, yn oerienstimming mei de oanbelangjende lidsteaten, foarsjen yn it dielnimmen oan ûndersyks- en ûntwikkelingsprogramma's dy't troch ferskate lidsteaten opset binne, dêrby ynbegrepen it dielnimmen oan de struktueren dy't foar it útfieren fan dy programma's ta stân brocht binne.

*Kêst 186*  
(âld kêst 170 FEM)

By it útfieren fan it mearjierrich ramtprogramma kin de Uny foarsjen yn gearwurking op it mêd fan ûndersyk, technologyske ûntwikkeling en demonstraasje fan de Uny mei tredde lannen of ynternasjonale organisaasjes.

De neiere regeling fan dy gearwurking kin fêststeld wurde yn oerienkomsten tusken de Uny en de oanbelangjende tredde partijen.

*Kêst 187*  
(âld kêst 171 FEM)

De Uny kin mienskiplike ûndernimmings of oare struktueren yn it libben roppe dy't needsaaklik binne foar de goede útfiering fan programma's foar ûndersyk, technonologyske ûntwikkeling en demonstraasje fan de Uny.

*Kêst 188*  
(âld kêst 172 FEM)

De Ried stelt, op útstel fan de Kommisje en nei rieplachtsjen fan it Europeesk Parlemint en it Ekonomysk en Sosjaal Komitee, de yn kêst 187 neamde maatregels fêst.

It Europeesk Parlemint en de Ried stelle, neffens de gewoane wetjouwingsproseduere en nei rieplachtsjen fan it Ekonomysk en Sosjaal Komitee, de maatregels fêst neamd yn de kêsten 183, 184 en 185. Foar it fêststellen fan de oanfoljende programma's is de goedkarring fan de oanbelangjende lidsteaten needsaaklik.

*Kêst 189*

1. Om de wittenskiplike en technyske foarútgong, it konkurrinsjefermogen fan de yndustry en it útfieren fan it belied fan de Uny te befoarderjen, wurket de Uny in Europeesk romtefeartbelied út. Dêrta kin er mienskiplike inisjativen befoarderje, ûndersyk en technologyske ûntwikkeling stypje en de ynspanningen nedich foar it ferkennen en it brûken fan it hielal koördinearje.

2. Om by te dragen oan it ferwêzentlikjen fan de yn lid 1 neamde doelstellingen, stelle it Europeesk Parlemint en de Ried, neffens de gewoane wetjouwingsproseduere, de nedige maatregels fêst, dy't de foarm hawwe kinne fan in Europeesk romtefeartprogramma, sûnderdat der sprake is fan likefolle hokker foarm fan harmonisearring fan de wetlike en bestjoersjochtlike bepalingen fan de lidsteaten.

3. De Uny giet elke nuttige ferbining oan mei it Europeesk Romte-agentskip.

4. Dit kêst lit de oare bepalingen fan dizze Titel ûnteroare.

*Kêst 190*  
(âld kêst 173 FEM)

Oan it begjin fan elk jier leit de Kommisje oan it Europeesk Parlemint en de Ried in ferslach foar. Dat ferslach giet benammen yn op aktiviteiten op it mêd fan ûndersyk en technologyske ûntwikkeling en op de fersprieding fan de resultaten fan it foarôfgeande jier, en ek op it wurkprogramma foar it rinnende jier.

**TITEL XX**

**MILJEU**

*Kêst 191*  
(âld kêst 174 FEM)

1. It miljeubelied fan de Uny draacht by ta it nestribjen fan de neikommende doelen:

- behâld, beskerming en ferbettering fan de kwaliteit fan it miljeu;
- beskerming fan de sûnens fan minsken;
- hoeden en rasjoneel gebrûk fan natuerlike helpboarnen;
- befoarderding fan maatregels op ynternasjonaal nivo om regionale of mondiale miljeuproblemen de baas te wurden, en benammen de bestriding fan klimaatferoaring.

2. De Uny stribbet yn syn miljeubelied nei in heech nivo fan beskerming, rekken hâldend mei de ferskillende omstannichheden yn de ûnderskate regio's fan de Uny. Syn belied berêst op de begjinsels fan foarsoarch en previntyf hanneljen, op it begjinsel dat skea oan it miljeu by foarrang oan de boarne bestriden wurdt, en ek op it begjinsel dat de fersmoarger betellet.

Yn dat ferbân omfetsje de harmonisaasjemaatregels, dy't beantwurdzje oan de easken fan miljeubeskerming, yn foarkommende gefallen in frijwarringsklausule dy't de lidsteaten machtiget om, fanwegen net-ekonomyske miljeuredenen, foarriedige maatregels te nimmen dy't ûnderwurpen binne oan in kontrôleproseduere fan de Uny.

3. By it bepalen fan syn belied op it mêd fan it miljeu hâldt de Uny rekken mei:

- de beskikbere wittenskiplike en technyske gegevens;
- de miljeu-omstannichheden yn de ûnderskate regio's fan de Uny;
- de mooglike foardielen en lêsten as gefolch fan hanneljen respektivelik net-hanneljen;
- de ekonomyske en sosjale ûntjouwing fan de Uny as gehiel en de lykwichtige ûntjouwing fan syn regio's.

4. Yn it ramt fan harren ûnderskate foegen wurkje de Uny en de lidsteaten gear mei tredde lannen en de foechhawwende ynternasjonale organisaasjes. De neiere regels foar de gearwurking fan de Uny kinne foarwerp wêze fan oerienkomsten tusken de Uny en de oanbelangjende tredde partijen.

De earste alinea lit it foech fan de lidsteaten om yn ynternasjonale foara te ûnderhanneljen en ynternasjonale oerienkomsten te sluten yn wêzen.

*Kêst 192*  
(âld kêst 175 FEM)

1. It Europeesk Parlemint en de Ried stelle, neffens de gewoane wetjouwingsproseduere en nei rieplachtsjen fan it Ekonomysk en Sosjaal Komitee en it Komitee fan de Regio's, de aktiviteiten fêst dy't de Uny ûndernimme moat om de doelstellingen fan kêst 191 te ferwêzentlikjen.

2. Yn ôfwiking fan de yn lid 1 neamde beslútfoarmingsproseduere en mei behâld fan itjinge dat bepaald is yn kêst 114, nimt de Ried neffens in bysûndere wetjouwingsproseduere, nei rieplachtsjen fan it Europeesk Parlemint, it Ekonomysk en Sosjaal Komitee en it Komitee fan de Regio's, mei ienriedigens fan stimmen in beslút oer:

- a) bepalingen fan yn haadsaak fijskaal aard;
- b) maatregels dy't fan ynfloed binne op:
  - de romtlike oardering,
  - it kwantitative behear fan wetterfoarneden, of dy't streekrocht of sydlings fan ynfloed binne op de beskikberheid fan dy foarneden;
  - de bestimming fan de grûn, útsein it behear fan ôffalstoffen;
- c) maatregels dy't gâns fan ynfloed binne op de kar fan in lidsteat tusken ûnderskate enerzjyboamen en de algemiene struktuer fan syn enerzjyfoarsjening.

De Ried kin, op útstel fan de Kommissje en nei rieplachtsjen fan it Europeesk Parlemint, it Ekonomysk en Sosjaal Komitee en it Komitee fan de Regio's, mei ienriedigens fan stimmen de gewoane wetjouwingsproseduere fan tapassing ferklearje op de yn de earste alinea neamde mêden.

3. It Europeesk Parlemint en de Ried stelle, neffens de gewoane wetjouwingsproseduere en nei rieplachtsjen fan it Ekonomysk en Sosjaal Komitee en it Komitee fan de Regio's, algemiene aksjeprogramma's fêst dêr't de prioritêre doelstellingen dy't te ferwêzentlikjen binne yn fêstlein wurde.

De maatregels dy't foar it útfieren fan dy programma's nedich binne, wurde - ôfhinklik fan it gefal - fêststeld neffens lid 1 respektivelik lid 2.

4. Mei behâld fan bepaalde maatregels dy't troch de Uny fêststeld wurde, steane de lidsteaten noed foar de finansiering en de útfiering fan it miljeubelied.

5. Liedt in maatregel op grûn fan lid 1 ta ûnevenredich hege kosten foar de autoriteiten fan in lidsteat, dan wurde dêryn, mei behâld fan it begjinsel dat de fersmoarger betellet, passende bepalingen opnommen yn de foarm fan

- tydlike ûntheffingsregelingen en/of
- finansjele stipe út it Koheezjefûns dat neffens kêst 177 oprjochte is.

*Kêst 193*  
(âld kêst 176 FEM)

De beskermjende maatregels dy't fêststeld wurde op grûn fan kêst 192, behinderje net dat in lidsteat fierdergeande beskermingsmaatregels hanthavenet en nimt. Sokke maatregels moatte ten enichber wêze mei de Ferdraggen. Sy wurde meidiel oan de Kommisje.

TITEL XXI

**ENERZJY**

*Kêst 194*

1. Yn it ramt fan it ta stân bringen fan de ynterne merk en de wurking dêrfan, en rekken hâldend mei de needsaak om it miljeu yn stân te hâlden en te ferbetterjen, is it enerzjybelied fan de Uny, yn in geast fan solidariteit tusken de lidsteaten, derop rjochte om:

- a) de wurking fan de enerzjymerk te garandearjen;
- b) de kontinuïteit fan de enerzjyfoarsjenning yn de Uny te garandearjen;
- c) enerzjy-effisjinsje, enerzjybesparing en de ûntwikkeling fan nije en duorsume foarmen fan enerzjy te stimulearjen; en
- d) de ynterkonneksje fan enerzjynetwurken te befoarderen.

2. Mei behâld fan de tapassing fan oare bepalingen fan de Ferdraggen stelle it Europeesk Parlemint en de Ried, neffens de gewoane wetjouwingsproseduere, de maatregels fêst dy't needsaaklik binne om de doelstellingen, neamd yn lid 1, te ferwêzentlikjen. Dy maatregels wurde fêststeld nei riaplachtsjen fan it Ekonomysk en Sosjaal Komitee en it Komitee fan de Regio's.

Sy binne, mei behâld fan kêst 192, lid 2, ûnder c) net fan ynfloed op it rjocht fan in lidsteat om de betingsten foar de eksploitaasje fan syn enerzjyboarnen te bepalen, op syn kar tusken ûnderskate foarmen fan enerzjy of op de algemiene struktuer fan syn enerzjyfoarsjenning.

3. Yn ôfwikking fan lid 2 stelt de Ried, neffens in bysûndere wetjouwingsproseduere, mei ienriedigens fan stimmen en nei riaplachtsjen fan it Europeesk Parlemint, de dêryn neamde maatregels fêst dy't yn haadsaak fan fiskaal aard binne.

## TITEL XXII

### TOERISME

#### *Kêst 195*

1. De Uny soarget foar oanfolling op it hanneljen fan de lidsteaten yn de toerismesektor, benammen troch it befoarderjen fan it konkurrinsjefermogen fan de ûndernimmings fan de Uny yn dy sektor.

Yn dat ferbân is it hanneljen fan de Uny rjochte op:

- a) it befoarderjen fan in klimaat dat gunstich is foar de ûntwikkeling fan bedriuwen yn dy sektor;
- b) it stimulearjen fan de gearwurking tusken de lidsteaten, benammen troch útwikseling fan goede praktiken.

2. It Europeesk Parlemint en de Ried stelle, neffens de gewoane wetjouwingsproseduere, de bysûndere maatregels fêst as oanfolling op de aksjes dy't yn de lidsteaten ûndernommen wurde om de doelstellingen, neamd yn dit kêst, te ferwêzentlikjen, mar sûnderdat der sprake is fan likefolle hokker foarm fan harmonisearring fan de wetlike en bestjoersrjochtlike bepalingen fan de lidsteaten.

## TITEL XXIII

### SIVILE BESKERMING

#### *Kêst 196*

1. De Uny befoarderet de gearwurking tusken de lidsteaten om sadwaande te kommen ta in gruttere effektiviteit fan de systemen mei as doel it tefoaren kommen fan en beskerming tsjin natuerrampen of rampen dy't troch minsken feroarsake binne.

It hanneljen fan de Uny is derop rjochte:

- a) it hanneljen fan de lidsteaten op nasjonaal, regionaal en lokaal nivo oangeande risikoprevinsje, it tarieden fan de ynstânsjes op it mêd fan sivile beskerming yn de lidsteaten en it hanneljen by natuerrampen of troch minsken feroarsake kalamiteiten binnen de Uny te stypjen en oan te folgen;
- b) flugge operasjonele en effektive gearwurking tusken de nasjonale sivile beskermingstsjinsten binnen de Uny te befoarderjen;

c) de gearhing tusken ynternasjonale aksjes op it mêd fan sivile beskerming te stimulearjen.

2. It Europeesk Parlemint en de Ried stelle, neffens de gewoane wetjouwingsproseduere, de maatregels fêst dy't nedich binne om by te dragen oan it ferwêzentlikjen fan de yn lid 1 neamde doelstellingen, sûnderdat der sprake is fan likefolle hokker foarm fan harmonisearring fan de wetlike en bestjoersjochtlike bepalingen fan de lidsteaten.

## TITEL XXIV

### ADMINISTRATIVE GEARWURKING

#### *Kêst 197*

1. De effektive útfiering fan it rjocht fan de Uny troch de lidsteaten, dy't fan wêzentlik belang is foar de goede wurking fan de Uny, wurdt sjoen as in oangelegenheid fan mienskiplik belang.

2. De Uny kin de ynspanningen fan de lidsteaten stypje om de saakkundigens fan harren oerheid by it útfieren fan it rjocht fan de Uny te ferbetterjen. Dy stipe kin benammen bestean út it befoarderjen fan de útwikseling fan ynformaasje en fan amtners en ek út it stypjen fan opliedingsprogramma's. Gjin inkelde lidsteat is ferplichte om gebrûk te meitsjen fan sokke stipe. It Europeesk Parlemint en de Ried stelle, neffens de gewoane wetjouwingsproseduere, troch de wei fan feroarderingsen de dêrta needsaaklike maatregels fêst, mar sûnderdat der sprake is fan likefolle hokker foarm fan harmonisearring fan wetlike en bestjoersjochtlike bepalingen fan de lidsteaten.

3. Dit kêst lit de ferplichting fan de lidsteaten om it rjocht fan de Uny út te fieren, en ek de prerogativen en plichten fan de Kommisje, ûnferoare. It lit ek de oare bepalingen fan de Ferdraggen ûnferoare, dyt foarsjogge yn administrative gearwurking tusken de lidsteaten ûndermoar en ek tusken de lidsteaten en de Uny.

## FJIRDE DIEL

### DE ASSOSJAASJE FAN DE OERSEESKE LANNEN EN GEBIETEN

#### *Kêst 198* (âld kêst 182 FEM)

De lidsteaten komme oerien om de net-Europeeske lannen en gebieten dy't bysûndere bannen ûnderhâlde mei Denemarken, Frankryk, Nederlân en it Feriene Keninkryk, te assosjearjen mei de Uny. Dy lannen en gebieten, tenei "lannen en gebieten", wurde opnommen yn de list yn Taheakke II.

It doel fan de assosjaasje is it befoarderjen fan de ekonomyske en sosjale ûntjouwing fan de



lannen en gebieten en it ta stân bringen fan hechte ekonomyske bannen tusken harren en de Uny yn syn gehiel.

Neffens de begjinsels dy't yn de preâmbule fan dit Ferdrach dellein binne, moat de assosjaasje it yn it foarste plak mooglik meitsje om de belangen en it wolwêzen fan de ynwenners fan dy lannen en gebieten te befoarderjen, mei as doel om harren de ekonomyske, sosjale en kulturele ûntjouwing te bringen dêr't se nei stribje.

*Kêst 199*  
(âld kêst 183 FEM)

Troch de assosjaasje wurde de folgjende doelen neistribbe:

1. De lidsteaten passe op harren hannelsterkear mei de lannen en gebieten deselde regeling ta dy't hja op grûn fan de Ferdragen ûnderling tapasse.
2. Elk lân of gebiet past op syn hannelsterkear mei de lidsteaten en de oare lannen en gebieten de regeling ta dy't it tapast op de Europeeske steat dêr't it bysûndere bannen mei ûnderhâldt.
3. De lidsteaten drage by yn de ynvestearringen dy't needsaaklik binne foar de trochgeande ûntwikkeling fan dy lannen en gebieten.
4. By oanbestegingen en leverânsjes foar ynvestearringen dy't troch de Uny finansjere binne, stiet it dielnimmen ûnder gelikense betingsten iepen foar alle steatsboargers en rjochtpersoanen út de lidsteaten en út de lannen en gebieten.
5. Foarsafiert op grûn fan kêst 203 gjin bysûndere bepalingen fêststeld binne, jildt tusken de lidsteaten en de lannen en gebieten it rjocht fan fêstiging fan de steatsboargers en rjochtpersoanen op foet fan non-diskriminaasje neffens de bepalingen en mei tapassing fan de prosedueres, bepaald yn it Haadstik oangeande it rjocht fan fêstiging

*Kêst 200*  
(âld kêst 184 FEM)

1. By de ynfier yn de lidsteaten falle waren út de lannen en gebieten ûnder it ferbod op dûanerjochten dat jildt neffens de bepalingen fan de Ferdragen tusken de lidsteaten.
2. Yn elk lân en gebiet binne dûanerjochten by ynfier fan waren út de lidsteaten en út de oare lannen en gebieten ferbean neffens de bepalingen fan kêst 30.
3. De lannen en gebieten kinne lykwols dy dûanerjochten heffe dy't nedich binne foar harren ûntwikkeling en yndustrialisaasje, of dy't in fiskaal karakter hawwe mei as doel om yn de finansjering fan harren begrutting te foarsjen.

De yn de foargeande alinea neamde dûanerjochten meie net útkomme boppe it peil fan de ynfierjochten dy't oplein wurde op produkten út de lidsteat dêr't elk lân of gebiet bysûndere bannen mei ûnderhâldt.

4. Lid 2 is net fan tapassing op lannen en gebieten dy't op grûn fan de bysûndere ynternasjonale ferplichtingen dêr't se ûnder falle, al in non-diskriminatoar dûanetaryf tapasse.

5. It fêststellen of feroarjen fan dûanerjochten foar waren dy't yn dy lannen en gebieten ynfierd wurde, mei noch rjochtlik noch feitlik oanlieding jaan ta in streekrychte of sydlingse diskriminaasje tusken de ymporten út de ûnderskate lidsteaten.

*Kêst 201*  
(âld kêst 185 FEM)

Is de hichte fan de dûanerjochten dy't by de ynfier yn in lân of gebiet jilde foar waren út in tredde lân, der ferantwurdlik foar dat de tapassing fan de bepalingen fan kêst 200, lid 1, liedt ta it ferlizzen fan it hannelsterkear yn it neidiel fan ien fan de lidsteaten, dan kin dy steat de Kommisje fersykje om oan de oare lidsteaten maatregels foar te slaan dy't needsaaklik binne om dy situaasje te ferhelpen.

*Kêst 202*  
(âld kêst 186 FEM)

Utsein de bepalingen oangeande de folkssûnens, de iepenbiere ferlichheid en de iepenbiere oarder, wurde foar it frije ferkear fan wurknimmers út de lannen en gebieten binnen de lidsteaten en fan wurknimmers út de lidsteaten binnen de lannen en gebieten rjochtshannelingen neffens kêst 203 fêststeld.

*Kêst 203*  
(âld kêst 187 FEM)

De Ried stelt op basis fan de yn it ramt fan de assosjaasje fan de lannen en gebieten mei de Uny berikte resultaten en fan de yn de Ferdragen delleine begjinsels mei iennedigens fan stimmen, op útstel fan de Kommisje, de bepalingen fêst oangeande de wize fan tapassing en de proseduere fan de assosjaasje fan de lannen en gebieten mei de Uny. Wannear't de bepalingen yn kwestje troch de Ried neffens in bysûndere wetjouwingsproseduere fêststeld wurde, beslút er mei iennedigens fan stimmen, op útstel fan de Kommisje en nei replachtsjen fan it Europeesk Parlemint.

*Kêst 204*  
(âld kêst 188 FEM)

Itjinge dat bepaald is yn de kâsten 198 oant en mei 203 is op Grienlân fan tapassing útsein de bysûndere bepalingen dy't foar Grienlân jilde, omskreaun yn it Protokol oangeande de bysûndere regeling fan tapassing op Grienlân, dat oan de Ferdragen taheakke is.

## FYFDE DIELE

### EKSTERN HANNELJEN FAN DE UNY

#### TITEL I

#### ALGEMIENE BEPALINGEN OANGEANDE IT EKSTERN HANNELJEN FAN DE UNY

##### *Kêst 205*

It ynternasjonaal hanneljen fan de Uny yn it ramt fan dit Diele berêst op de begjinsels en is rjochte op de doelstellingen fan, en wurdt útfierd neffens de algemiene bepalingen fan Haadstik 1 fan Titul V fan it Ferdrach oangeande de Europeeske Uny.

#### TITEL II

#### DE MIENSKIPLIKE HANNELSPOLITYK

##### *Kêst 206* (âld kêst 131 FEM)

Troch it oprjochtsjen fan in dûane-uny, neffens de kêsten 28 oant en mei 32, leveret de Uny yn it mienskiplik belang in bydrage ta de harmoanyske ûntjouwing fan de wrâldhannel, ta it njonkelytsen ôfskaffen fan de beheiningen foar it ynternasjonale hannelsferkear en foar direkte bûtenlânske ynvestearringen, en ta it ferminderjen fan de dûanetaryfmuorren en oare behinderingen.

##### *Kêst 207* (âld kêst 133 FEM)

1. De mienskiplike hannelspolityk wurdt grûndearre op unifoarme begjinsels; soks jildt benammen foar feroaringen yn dûanetariven, it sluten fan dûane- en hannelsoerienkomsten, oangeande hannel yn waren en tsjinsten, en de hannelsrelatearre aspekten fan yntellektueel eigendom, de direkte bûtenlânske ynvestearringen, it ienfoarmich meitsjen fan liberalisaasjemaatregels, it eksportbeleid en ek de hannelspolitike beskermingsmaatregels, dêrûnder de maatregels dy't nommen wurde moatte yn it gefal fan dumping en subsydzjes. De mienskiplike hannelspolityk wurdt fierd yn it ramt fan de begjinsels en doelstellingen fan it eksterne hanneljen fan de Uny.

2. It Europeesk Parlemint en de Ried stelle, neffens de gewoane wetjouwingsproseduere, troch de wei fan feroarderingen de maatregels fêst dy't it ramt foar de útfiering fan de mienskiplike hannelspolityk fan de Uny bepale.

3. By de ûnderhannelingen oer en by it sluten fan oerienkomsten mei ien of mear tredde lannen of ynternasjonale organisaasjes is kêst 218 fan tapassing, ûnder foarbehâld fan de bysûndere bepalingen fan dit kêst.

De Kommisje docht oanbefellingen oan de Ried, dy't him machtiget om de needsaaklike ûnderhannelingen te iepenjen. De Ried en de Kommisje sjogge derop ta dat dy oerienkomsten ferienichber binne mei it ynterne belied en de ynterne foarskriften fan de Uny.

De Kommisje fiert de ûnderhannelingen yn oerlis mei in spesjaal komitee dat troch de Ried oanwiisd is om him dêryn by te stean, en binnen it bestek fan de rjochtsnoeren dy't de Ried him jaan kin. De Kommisje bringt oan it spesjaal komitee en it Europeesk Parlemint geregeldwei ferslach út oer de stân fan de ûnderhannelingen.

4. Oangeande de ûnderhannelingen oer en it sluten fan de oerienkomsten dy't yn lid 3 neamd binne, beslút de Ried mei kwalifisearre mearderheid fan stimmen.

Oangeande de ûnderhannelingen oer en it sluten fan oerienkomsten oangeande de hannel yn tsjinsten en oangeande de hannelsrelatearre aspekten fan yntellektueel eigendom en ek oangeande direkte bûtenlânske ynvestearringen beslút de Ried mei ienriedigens fan stimmen foarsatier't de oerienkomst bepalingen befettet dy't mei ienriedigens fan stimmen fêststeld wurde wat ynterne foarskriften oanbelanget.

De Ried beslút ek mei ienriedigens fan stimmen oangeande de ûnderhannelingen oer en it sluten fan oerienkomsten oangeande:

- a) de hannel yn kulturele en audiofisuele tsjinsten, as dy oerienkomsten driigje negatyf yn te wurkjen op it ferskaat oan kultuer en taal yn de Uny;
- b) de hannel yn tsjinstferliening yn de sosjale sektor en yn de ûnderwiis sektor en ek op it mêd fan de sûnenssoarch, wannear't dy oerienkomsten de nasjonale organisaasje fan dy tsjinsten sterk fersteure en negatyf yn wurkje op de ferantwurdlikheid fan de lidsteaten om dy tsjinsten te leverjen.

5. Op de ûnderhannelingen oer en it sluten fan ynternasjonale oerienkomsten oangeande ferfier binne de bepalingen fan Titel VI fan it Tredde Diel, en ek kêst 218, fan tapassing.

6. It útoefjen fan de troch dit kêst oerdroegen foegen op it mêd fan de menskiplike hannelspolityk hat gjin gefolgen foar de ôfbeakening fan de foegen tusken de Uny en de lidsteaten en liedt net ta likefolle hokker harmonisearring fan de wetlike en bestjoersjochtlike regelingen fan de lidsteaten, foarsatier't de Ferdraggen sâ'n harmonisearring útslute.

### TITEL III

## GEARWURKING MEI TREDDE LANNEN EN HUMANITÊRE HELP

### HAADSTIK 1

## ÛNTWIKKELINGSGEARWURKING

#### *Kêst 208* (âld kêst 177 FEM)

1. It belied fan de Uny op it mêd fan ûntwikkelingsgearwurking wurdt fierd yn it ramt fan de begjinsels en doelstellingen fan it eksterne hanneljen fan de Uny. It belied fan de Uny en it belied fan de lidsteaten op it mêd fan ûntwikkelingsgearwurking folje inoar oan en fersterkje inoar.

Haaddoel fan it belied fan de Uny op dit mêd is om de earmoed te bestriden en útanlik te ferdriuwen. De Uny hâldt by de útfiering fan belied dat gefolgen hawwe kin foar de ûntwikkelingslannen rekken mei de doelstellingen fan de ûntwikkelingsgearwurking.

2. De Uny en de lidsteaten hâlde harren oan de ferplichtingen en de doelstellingen dy't hja yn it ramt fan de Feriene Naasjes en oare foechhawwende ynternasjonale organisaasjes ûnderskreaun hawwe.

#### *Kêst 209* (âld kêst 179 FEM)

1. It Europeesk Parlemint en de Ried stelle, neffens de gewoane wetjouwingsproseduere, de maatregels fêst dy't nedich binne foar de útfiering fan it belied oangeande ûntwikkelingsgearwurking, dy maatregels kinne mearpriemige programma's foar gearwurking mei ûntwikkelingslannen of tematyske programma's ynhâlde.

2. De Uny kin mei tredde lannen en de foechhawwende ynternasjonale organisaasjes alle oerienkomsten slute dy't bydrage oan it ferwêzentlikjen fan de yn kêst 21 fan it Ferdrach oangeande de Europeeske Uny en kêst 208 fan dit Ferdrach neamde doelstellingen.

De earste alinea lit it foech fan de lidsteaten om yn ynternasjonale foara te ûnderhanneljen en oerienkomsten te sluten yn wêzen.

3. De Europeeske Ynvestearingsbank draacht, ûnder de yn syn Statút fêststelde betingsten, by ta it útfieren fan de yn lid 1 neamde maatregels.

#### *Kêst 210* (âld kêst 180 FEM)

1. Om de komplemintariteit en de effektiviteit fan harren hanneljen te befoarderjen, koördinearje

de Uny en de lidsteaten harren belied oangeande ûntwikkelingsgearwurking en hawwe se oerlis oer harren helpprogramma's, ek yn ynternasjonale organisaasjes en op ynternasjonale konferinsjes. Hja kinne mei-inoar aksje ûndernimme. De lidsteaten drage, as soks nedich is, by ta it útfieren fan helpprogramma's fan de Uny.

2. De Kommissje kin alle inisjatyven nimme dy't befoarderlik binne foar de koördinaasje neamd yn lid 1.

*Kêst 211*  
(âld kêst 181 FEM)

Yn it ramt fan harren ûnderskate foegen wurkje de Uny en de lidsteaten gear mei tredde lannen en mei de foechhawwende ynternasjonale organisaasjes.

HAADSTIK 2

EKONOMYSKE, FINANSJELE EN TECHNYSKE GEARWURKING  
MEI TREDDE LANNEN

*Kêst 212*  
(âld kêst 181 A FEM)

1. Mei behâld fan de oare bepalingen fan de Ferdraggen, benammen de kêsten 208 oant en mei 211, ûndernimt de Uny aktiviteiten foar ekonomyske, finansjele en technyske gearwurking, dêrby ynbegrepen bystân op benammen finansjeel mêd, mei tredde lannen dy't gjin ûntwikkelingslân binne. Dy aktiviteiten binne koherint mei it ûntwikkelingsbelied fan de Uny en krije harren beslach yn it ramt fan de begjinsels en doelstellingen fan syn ekstern hanneljen. De aktiviteiten fan de Uny en dy fan de lidsteaten folje inoar oan en fersterkje inoar.

2. It Europeesk Parlemint en de Ried stelle, neffens de gewoane wetjouwingsproseduere, de maatregels fêst dy't foar de útfiering fan lid 1 nedich binne.

3. Yn it ramt fan harren ûnderskate foegen wurkje de Uny en de lidsteaten gear mei tredde lannen en de foechhawwende ynternasjonale organisaasjes. De gearwurking fan de Uny kin neier regele wurde yn oerienkomsten tusken de Uny en de oanbelangjende tredde partijen.

De earste alinea lit it foech fan de lidsteaten om yn ynternasjonale foara te ûnderhanneljen en ynternasjonale oerienkomsten te sluten yn wêzen.

*Kêst 213*

Wannear't fanwegen de situaasje yn in tredde lân druwend ferlet is fan finansjele help fan de Uny, stelt de Ried, op útstel fan de Kommissje, de nedige besluten fêst.

## HAADSTIK 3

### HUMANITÊRE HELP

#### *Kêst 214*

1. De maatregels fan de Uny op it mêd fan humanitêre help krije harren beslach yn it ramt fan de begjinsels en doelstellingen fan it eksterne hanneljen fan de Uny. Dy maatregels hawwe ta doel om oan de befolking fan tredde lannen dy't it slachtoffer is fan natuerrampen of fan troch minsken feroarsake rampen, spesjike bystân, help en beskerming te bieden om sadwaande te foarsjen yn de humanitêre nedens dy't it gefolch binne fan dy omstannichheden. De maatregels fan de Uny en dy fan de lidsteaten folje inoar oan en fersterkje inoar.

2. Humanitêre helpaksjes wurde útfierd neffens de begjinsels fan it ynternasjonaal rjocht, en de begjinsels fan ûnpartidichheid, neutraliteit en non-diskriminaasje.

3. It Europeesk Parlemint en de Ried stelle, neffens de gewoane wetjouwingsproseduere, de maatregels fêst dy't it ramt foar de útfiering fan de humanitêre helpaksjes fan de Uny bepalje.

4. De Uny kin mei tredde lannen en de foechhawwende ynternasjonale organisaasjes alle oerienkomsten slute dy't bydrage oan it ferwêzentlikjen fan de yn lid 1 en yn kêst 21 fan it Ferdrach oangeande de Europeeske Uny neamde doelstellingen.

De earste alinea lit it foech fan de lidsteaten om yn ynternasjonale foara te ûnderhanneljen en oerienkomsten te sluten yn wêzen.

5. Der wurdt in Europeesk frijwilligerskorps foar humanitêre helpferiening oprjochte, as ramt foar mienskiplike bydragen fan Europeeske jongeren oan de humanitêre helpaksjes fan de Uny. It Europeesk Parlemint en de Ried stelle, neffens de gewoane wetjouwingsproseduere, troch de wei fan feroarderingen it statút en de regels foar de aktiviteiten fan it korps fêst.

6. De Kommisje kin alle inisjatiiven nimme dy't befoarderlik binne foar de koördinaasje tusken de maatregels fan de Uny en dy fan de lidsteaten, om sadwaande de effektiviteit en komplementariteit fan maatregels oangeande humanitêre help fan de kant fan de Uny en de lidsteaten te ferheegjen.

7. De Uny sjocht derop ta dat syn humanitêre helpaksjes koördinearre wurde en koherint binne mei dy fan ynternasjonale organisaasjes en ynstânsjes, benammen dy't ta it bestel fan de Feriene Naasjes hearre.

## TITEL IV

### BEHEINENDE MAATREGELS

#### *Kêst 215* (âld kêst 301 FEM)

1. Wannear't in beslút dat neffens Haadstik 2 fan Titel V fan it Ferdrach oangeande de Europeeske Uny fêststeld is, foarsjocht yn it ferbrekken of folslein of foar in part, beheinen fan de ekonomyske en finansjele bannen mei ien of mear tredde lannen, stelt de Ried, op mienskiplik útstel fan de hege fertsjintwurdiger fan de Uny foar bûtenlânske saken en feilichheidsbelied en de Kommisje, mei kwalifisearre mearderheid fan stimmen de nedige maatregels fêst. De Ried bringt it Europeesk Parlemint dêrtan op 'e hichte.
2. Wannear't in neffens Haadstik 2 fan Titel V fan it Ferdrach oangeande de Europeeske Uny fêststeld beslút dêryn foarsjocht, kin de Ried beheinende maatregels fêststelle foar natuerlike persoanen, rjochtspersoanen of net-steatlike groepen of entiteiten oer, neffens de yn lid 1 omskreaune proseduere.
3. De rjochtshannelingen dy't yn dit kêst neamd binne, befetsje de nedige bepalingen oangeande juridyske garânsjes.

## TITEL V

### YNTERNASJONALE OERIENKOMSTEN

#### *Kêst 216*

1. De Uny kin in oerienkomst slute mei ien of mear tredde lannen of ynternasjonale organisaasjes wannear't de Ferdraggen dêryn foarsjogge of wannear't it sluten fan in oerienkomst itsij nedich is om, yn it ramt fan it belied fan de Uny, ien fan de doelstellingen dy't yn de Ferdraggen bepaald binne te ferwêzentlikjen, itsij wannear't dêryn yn in juridysk binende rjochtshanneling fan de Uny foarsjoen is of wannear't soks gefolgen hawwe kin foar mienskiplike regels of de strekking dêrfan feroarje kin.
2. De oerienkomsten dy't sletten binne troch de Uny, binne binend foar de ynstellingen fan de Uny en foar de lidsteaten.

#### *Kêst 217* (âld kêst 310 FEM)

De Uny kin mei ien of mear tredde lannen of ynternasjonale organisaasjes oerienkomsten slute op grûn wêrfan in assosjaasje ta stân brocht wurdt dy't karakter searre wurdt troch wjersidige rjochten en ferplichtingen, mienskiplik hanneljen en bysûndere prosedueres.



*Kêst 218*  
(âld kêst 300 FEM)

1. Mei behâld fan de bysûndere bepalingen fan kêst 207 wurdt by it ûnderhanneljen oer en it sluten fan oerienkomsten tusken de Uny en tredde lannen of ynternasjonale organisaasjes de folgjende prosedueres folge.

2. De Ried jout machtiging ta it iepenjen fan de ûnderhannelingen, stelt de ûnderhannelingsrjochtsnoeren fêst, jout machtiging foar ûndertekening en slút de oerienkomsten.

3. De Kommissje of, as de foarnommen oerienkomst allinnich of yn haadsaak slacht op it mienskiplik bûtenlânsk belied en feilichheidsbelied, de hege fertsjuntwurdiger fan de Uny foar bûtenlânske saken en feilichheidsbelied, docht oanbefellingen oan de Ried, dy't in beslút fêststelt ta machtiging om de ûnderhannelingen te iepenjen en dêr't, neffens de ynhâld fan de foarnommen oerienkomst, de ûnderhanneler of it haad fan it ûnderhannelingstiid fan de Uny yn oanwiisd wurdt.

4. De Ried kin de ûnderhanneler rjochtsnoeren jaan en in bysûnder komitee oanwize; de ûnderhannelingen moatte yn oerlis mei dat komitee fierd wurde.

5. De Ried stelt, op útstel fan de ûnderhanneler, in beslút fêst dêr't machtiging yn jûn wurdt foar it ûndertekenen fan de oerienkomst en ek, yn it foarkommende gefal, foar de tydlike tapassing dêrfan foarútrinnend op it yngean fan de oerienkomst.

6. De Ried stelt, op útstel fan de ûnderhanneler, in beslút ta it sluten fan de oerienkomst fêst.

Utsein de oerienkomsten dy't inkeld en allinnich ferbân hâlde mei it mienskiplik bûtenlânsk belied en feilichheidsbelied, stelt de Ried it beslút om in oerienkomst te sluten fêst:

- a) nei goedkarring troch it Europeesk Parlemint, yn de folgjende gefallen:
  - i) assosjaasje-erienkomsten;
  - ii) oerienkomst oer de oansluting fan de Uny by it Europeesk Ferdrach ta it beskermjen fan de rjochten fan de minske en de fûnemintele frijheden;
  - iii) oerienkomsten dy't troch it ynstellen fan gearwurkingsprosedueres in spesifyk ynstitusjoneel ramt skeppe;
  - iv) oerienkomsten dy't grutte gefolgen hawwe foar de begrutting fan de Uny;
  - v) oerienkomsten oangeande mêden dêr't de gewoane wetjouwingsprosedueres op fan tapassing is, of de bysûndere wetjouwingsprosedueres dêr't goedkarring fan it Europeesk Parlemint foar needsaaklik is.

Yn driuwende gefallen kinne it Europeesk Parlemint en de Ried in termyn foar it jaan fan de goedkarring oerienkomme.

- b) nei rieplachtsjen fan it Europeesk Parlemint yn de oare gefallen. It Europeesk Parlemint bringt advys út binnen in termyn dy't de Ried, ôfhinklik fan de urginsje, bepale kin. As binnen dy termyn gjin advys útbrocht is, kin de Ried beslute.

7. Yn ôfwiking fan de lidden 5, 6 en 9 kin de Ried de ûnderhanneler by it sluten fan in oerienkomst machtigje om, út namme fan de Uny, feroaringen fan de oerienkomst goed te karren, at de oerienkomst deryn foarsjocht dat dy feroaringen neffens in ferienfâldige proseduere of troch in orgaan dat op grûn fan dy oerienkomst oprjochte wurdt, oannommen wurde. De Ried kin oan dy machtiging bysûndere betingsten ferbine.

8. Yn de hiele proseduere beslút de Ried mei kwalifisearre mearderheid fan stimmen.

De Ried beslút lykwols mei ienedigens fan stimmen at de oerienkomst in mêd oanbelanget dat needsaaklikewiis freget om it fêststellen fan in rjochtshanneling mei ienriedigens fan stimmen, en ek as it giet om assosjaasje-oerienkomsten en oerienkomsten mei de kandidaat-lidsteaten neamd yn kêst 212. De Ried beslút ek mei ienedigens fan stimmen oer de oerienkomst oangeande oansluting fan de Uny by it Europeesk Ferdrach ta it beskermjen fan de rjochten fan de minske en de fûnamintele frijheden; it beslút om dy oerienkomst te sluten giet earst yn nei't de lidsteaten it neffens harren ûnderskate grûnwetlike bepalingen goedkard hawwe.

9. De Ried stelt, op útstel fan de Kommisje of fan de hege fertsjintwurdiger fan de Uny foar bûtenlânske saken en feilichheidsbelied, in beslút fêst ta ûnderbrekking fan de tapassing fan in oerienkomst en ta bepaling fan de stânpunten dy't út namme fan de Uny ynnommen wurde yn in lichem dat út krêft fan in oerienkomst oprjochte is, wannear't dat lichem rjochtshannelingen mei rjochtsgefolgen fêststelt, útsein rjochtshannelingen dy't ynstitusjonele ramt fan de oerienkomst oanfolje of feroarje.

10. It Europeesk Parlemint wurdt yn elke faze fan de proseduere fuortendaliks en folslein ynformearre.

11. In lidsteat, it Europeesk Parlemint, de Ried of de Kommisje kin advys ynwinne fan it Hof fan Justysje oer de ferienichberheid fan in foarnommen oerienkomst mei de Ferdraggen. As it Hof ôfwizend advisearret, kin de foarnommen oerienkomst allinnich yngean as dy oerienkomst of de Ferdraggen feroare wurde.

#### *Kêst 219*

(âld kêst 111, lidden 1 o/m 3 en 5, FEM)

1. Yn ôfwiking fan kêst 218 kin de Ried itsj op oanbefelling fan de Europeeske Sintrale Bank, itsj op oanbefelling fan de Kommisje en nei rieplachtsjen fan de Europeeske Sintrale Bank, mei it each op in konsensus dy't ferienichber is mei de doelstelling fan priisstabiliteit, formele oerienkomsten slute oer in stelsel fan wkselkoersen fan de euro neffens faluta's fan tredde steaten. De Ried beslút mei ienedigens fan stimmen nei rieplachtsjen fan it Europeesk Parlemint en neffens de proseduere fan lid 3.

De Ried kin, itsj op oanbefelling fan de Europeeske Sintrale Bank, itsj op oanbefelling fan de Kommisje en nei rieplachtsjen fan de Europeeske Sintrale Bank, mei it each op it berikken fan in konsensus dy't ferienichber is mei de doelstelling fan priisstabiliteit, de Euro-spilkoersen binnen it wkselkoerssysteem ynfiere, feroarje of ôfskaffe. De foarsitter fan de Ried bringt it Europeesk Parlemint op 'e hichte fan de ynfiering, feroaring of ôfskaffing fan de Euro-spilkoers.

2. By it ûntbrekken fan in wkselkoerssysteem neffens ien of mear faluta's fan tredde steaten lykas neamd yn lid 1, kin de Ried op oanbefelling fan de Kommisje en nei rieplachtsjen fan de Europeeske Sintrale Bank, of op oanbefelling fan de Europeeske Sintrale Bank, algemiene oriintaasjes foar it wkselkoersbeleid neffens dy faluta's fêststelle. Dy algemiene oriintaasjes litte it haaddoel fan it ESSB, nammentlik it hanthavenjen fan de priisstabiliteit, ûnferoare.

3. At de Uny mei ien of mear tredde steaten of ynternasjonale organisaasjes ta in oerienkomst komme moat oer oangelegenheden yn ferbân mei wkselkoersen of devizeregelingen, beslút de Ried yn ôfwiking fan kêst 218 op oanbefelling fan de Kommisje en nei rieplachtsjen fan de Europeeske Sintrale Bank oer de modaliteiten foar de ûnderhannelingen oer en it ôfsluten fan sokke oerienkomsten. Dy modaliteiten moatte derfoar soargje dat de Uny ien stânpunt ynnimt. De Kommisje wurdt folslein yn de ûnderhannelingen behelle.

4. Mei behâld fan it foech fan de Uny en de oerienkomsten fan de Uny oangeande de Ekonomyske en Monetêre Uny, meie de lidsteaten yn ynternasjonale organen ûnderhannelingen fiere en ynternasjonale oerienkomsten slute.

## TITEL VI

### **BETREKKINGEN FAN DE UNY MEI YNTERNASJONALE ORGANISAASJES, MEI TREDDE LANNEN EN DELEGAASJES FAN DE UNY**

#### *Kêst 220* (âlde kêsten 302 o/m 304 FEM)

1. De Uny bringt alle gaadlike foarmen fan gearwurking ta stân mei de organen en de spesjalisearre organisaasjes fan de Feriene Naasjes, de Ried fan Europa, de Organisaasje foar Feilichheid en Gearwurking yn Europa en de Organisaasje foar Ekonomyske Gearwurking en Untwikkeling.

De Uny ûnderhâldt fierders mei oare ynternasjonale organisaasjes de betrekkingen dy't gaadlik achte wurde.

2. De hege fertsjintwurdiger fan de Uny foar bûtenlânske saken en feilichheidsbeleid en de Kommisje binne belêstige mei de útfiering fan it itjinge dat yn dit kêst bepaald is.

### *Kêst 221*

1. De Uny wurdt yn tredde lannen en by ynternasjonale organisaasjes fertsjintwurdige troch de delegaasjes fan de Uny.
2. De delegaasjes fan de Uny stean ûnder gesach fan de hege fertsjintwurdiger fan de Uny foar bûtenlânske saken en feilichheidsbelied. Hjir hannelje yn nauwe gearwurking mei de diplomatike en konsulêre misjes fan de lidsteaten.

## TITEL VII

### SOLIDARITEITSKLAUSULE

### *Kêst 222*

1. De Uny en de lidsteaten hannelje mienskiplik yn in geast fan ûnderlinge solidariteit as in lidsteat bleatsteld wurdt oan in terroristyske oanfal, in natuerramp of in ramp dy't troch minsken feroarsake is. De Uny sil alle middels dy't er ta syn foldwaan hat, mei dêrûnder de militêre middels dy't troch de lidsteaten beskikber steld binne, brûke om:

- a) - de driging fan it terrorisme op it grûngebiet fan de lidsteaten te kearen;
  - de demokratyske ynstellingen en de boargerbefolking tsjin in eventuele terroristyske oanfal te beskermjen;
  - op fersyk fan de politike autoriteiten fan in lidsteat op syn grûngebiet bystân te jaan yn it gefal fan in terroristyske oanfal;
- b) in lidsteat bystân te jaan, op fersyk fan syn politike autoriteiten, yn it gefal fan in natuerramp of fan in ramp dy't troch minsken feroarsake is.

2. In lidsteat dy't bleatsteld wurdt oan in terroristyske oanfal, in natuerramp of in ramp dy't troch minsken feroarsake is, wurdt op fersyk fan syn politike autoriteiten troch de oare lidsteaten bystân jûn. De lidsteaten koördinearje dêrta harren hanneljen yn it ramt fan de Ried.

3. De tapassing troch de Uny fan dizze solidariteitsklausule wurdt regele troch in beslút, dat troch de Ried op mienskiplik útstel fan de Kommisje en de hege fertsjintwurdiger fan de Uny foar bûtenlânske saken en feilichheidsbelied fêststeld wurdt. As dat beslút gefolgen hat op it mêd fan definysje, beslút de Ried neffens kêst 31, lid 1, fan it Ferdrach oangeande de Europeeske Uny. It Europeesk Parlemint wurdt dêrfan op 'e hichte brocht.

Yn it ramt fan dit lid en mei behâld fan kêst 240 wurdt de Ried bystien troch it komitee foar polityk en feilichheid mei stipe fan de struktueren dy't yn it ramt fan it mienskiplik feilichheids- en definysjebelied ûntwikkele binne, en troch it komitee dat neamd is yn kêst 71; dy komitees jouwe him, as dat nedich is, mienskiplike advizen.

4. Om de Uny en syn lidsteaten by steat te stellen om effektyf te hanneljen, evaluatearret de Europeeske Ried geregeldwei de dringingen dêr't de Uny mei konfrontearre wurdt.

## SECHSDE DIEL

### YNSTITUSJONELE EN FINANSJELE BEPALINGEN

#### TITEL I

#### YNSTITUSJONELE BEPALINGEN

##### HAADSTIK 1

##### DE YNSTELLINGEN

##### *OFDIELING 1*

##### IT EUROPEESK PARLEMINT

##### *Kêst 223*

(âld kêst 190, lidden 4 en 5, FEM)

1. It Europeesk Parlemint stelt in ûntwerp op fan de needsaaklike bepalingen foar de algemiene streekrochte ferkiezing fan syn leden neffens in prosedure dy't yn alle lidsteaten ientfoarmich is of neffens begjinsels dy't alle lidsteaten mien hawwe.

De Ried stelt mei ienriedigens fan stimmen, neffens in bysûndere wetjouwingsprosedure en nei goedkarring fan it Europeesk Parlemint dat, mei mearderheid fan stimmen fan syn leden, in beslút nimt, de nedige bepalingen fêst. Dy bepalingen gean earst yn nei't se troch alle lidsteaten neffens harren ûnderskate grûnwetlike bepalingen goedkard binne.

2. It Europeesk Parlemint bepaalt op eigen manneboet, neffens in bysûndere wetjouwingsprosedure troch de wei fan feroarderingsen, nei rieplachtsjen fan de Kommisje en mei goedkarring fan de Ried dy't dêrta in beslút nimt, de foarskriften en algemiene betingsten foar de útfiering fan de taken fan syn leden. Foar regels en betingsten oangeande de belestingregeling foar leden of eardere leden is ienriedigens fan stimmen yn de Ried needsaaklik.

##### *Kêst 224*

(âld kêst 191, twadde alinea, FEM)

It Europeesk Parlemint en de Ried stelle, neffens de gewoane wetjouwingsprosedure, troch de

wei fan feroarderingen it statút fan de Europeeske politike partijen yn de sin fan kêst 10, lid 4, fan it Ferdrach oangeande de Europeeske Uny, en benammen de regels oangeande harren finansiering fêst.

*Kêst 225*

(âld kêst 192, twadde alinea, FEM)

It Europeesk Parlemint kin, mei mearderheid fan stimmen fan syn leden, de Kommisje fersykje om passende útstellen yn te tsjinjen oangeande oangelegenheden dy't neffens it oardiel fan it Parlemint in rjochtshanneling fan de Uny fergiet om de Ferdragen út te fieren. As de Kommisje gjin útstel yntsjinnet, dielt er de reden dêrfoar mei oan it Europeesk Parlemint.

*Kêst 226*

(âld kêst 193 FEM)

Yn it ramt fan it útfieren fan syn taken kin it Europeesk Parlemint, op fersyk fan in fjirdepart fan syn leden, in tydlike enkêtekommissje ynstelle om, mei behâld fan de foegen dy't yn de Ferdragen oan oare ynstellingen of organen jûn binne, ferûnderstelde ynbreuken op it rjocht fan de Uny of gefallen fan wanbehear by de tapassing fan it rjocht fan de Uny te ûndersykjen, útsein as de ferûnderstelde feiten it foarwerp fan in gerjochtlike proseduerre útmeitsje en salang't dy proseduerre noch net ôfsletten is.

De tydlike enkêtekommissje hâldt op te bestean sadree't er syn ferslach yntsjinne hat.

De neiere bepalingen oangeande it útoefenjen fan it enkête-rjocht wurde, neffens in bysûndere wetjouwingsproseduerre, troch de wei fan feroarderingen fêststeld troch it Europeesk Parlemint, nei goedkarring troch de Ried en de Kommisje.

*Kêst 227*

(âld kêst 194 FEM)

Elke boarger fan de Uny, en ek elke natuerlike persoan of rjochtspersoan mei ferbliuwplak of statutêre sit yn in lidsteat hat it rjocht om yndividueel of yn 'e mande mei oare boargers of persoanen in fersykskrift oan it Europeesk Parlemint te rjochtsjen oangeande in ûnderwerp dat heart ta de behedsmêden fan de Uny en dat him of har streekrjocht oangiet.

*Kêst 228*

(âld kêst 195 FEM)

1. In ombudsman dy't troch it Europeesk Parlemint keazen is, kriget it foer om him op 'e hichte te stellen fan klachten fan boargers fan de Uny of fan natuerlike persoanen of rjochtspersoanen mei ferbliuwplak of statutêre sit yn in lidsteat oer gefallen fan wanbehear by it hanneljen fan ynstellingen, organen of ynstânsjes fan de Uny, mei as útsûndering it Hof fan Justysje fan de Europeeske Uny by it útoefenjen fan syn gerjochtlike taak. Hy ûndersiket de klachten en bringt dêr ferslach oer út.

Neffens syn opdracht docht de ombudsman, op eigen manneboet of op basis fan klachten dy't him streekrjocht of fia in lid fan it Europeesk Parlemint foarlein binne, ûndersyk as hy dat terjochte achtet, soks jildt net wannear't de ferûnderstelde feiten it foarwerp fan in gerjochtlike proseduere útmeitsje of útmakke hawwe. As de ombudsman in gefal fan wanbehear fêststeld hat, leit er de saak foar oan de oanbelangjende ynstelling of ynstânse of oan it oanbelangjende orgaan, dy't respektivelik dat trije moanne de tid hat om him syn stânpunt takomme te litten. De ombudsman stjoert dêrnei in ferslach oan it Europeesk Parlemint en oan de oanbelangjende ynstelling. De persoan dy't de klacht yntsjinne hat, wurdt op 'e hichte brocht fan it resultaat fan dat ûndersyk.

De ombudsman leit alle jierren oan it Europeesk Parlemint in ferslach foar mei it resultaat fan syn ûndersaken.

2. Nei elke ferkiezing foar it Europeesk Parlemint wurdt de ombudsman foar de sittingsperioade fan dy ynstelling keazen. Hy kin op 'en nij beneamd wurde.

Op fersyk fan it Europeesk Parlemint kin de ombudsman troch it Hof fan Justysje út syn amt amt ûntset wurde, as er net mear oan de easken foar it útoefenjen fan syn amt foldocht of op slimme wize tekoart sketten is.

3. De ombudsman oefenet syn amt yn folsleine ûnôfhinklikheid út. By it útfieren fan syn taken freget noch akseptearret er ynstruksjes fan likefolle hokker regear, ynstelling, orgaan of ynstânse. Yn syn amtsperioade mei de ombudsman gjin oare beropsaktiviteit, al of net tsjin beëanning, útoefenje.

4. It Europeesk Parlemint stelt op eigen manneboet, neffens in bysûndere wetjouwingsproseduere troch de wei fan feroardeningen en nei advys fan de Kommisje en mei goedkarring fan de Ried, dy't in beslút nimt, it Statút fan de ombudsman en de algemiene betingsten foar it útoefenjen fan it amt fan ombudsman fêst.

*Kêst 229*  
(âld kêst 196 FEM)

It Europeesk Parlemint hâldt alle jierren in sitting. It komt fan rjochtswegen, sûnderdat in opropping nedich is, op de twadde tiisdei fan maart gear.

It Europeesk Parlemint kin, op fersyk fan de mearderheid fan syn leden, en ek op fersyk fan de Ried of fan de Kommisje, yn in bûtengewoane sitting gearkomme.

*Kêst 230*  
(âld kêst 197, twadde, tredde en fjirde alinea, FEM)

De Kommisje kin alle gearkomsten fan it Europeesk Parlemint bywenje en wurdt op syn fersyk heard.

De Kommisje antwardet mûnling of skriftlik op de fragen dy't him troch it Europeesk Parlemint of troch de leden dêrfan steld wurde.

De Europeeske Ried en de Ried wurde troch it Europeesk Parlemint heard ûnder de betingsten dêr't it reglemint fan oarder fan de Europeeske Ried en it reglemint fan oarder fan de Ried yn foarsjogge.

*Kêst 231*  
(âld kêst 198 FEM)

Foarsafiert yn de Ferdraggen net wat oars bepaald is, beslút it Europeesk Parlemint mei mearderheid fan de útbrochte stimmen.

It reglemint fan oarder bepaalt it kwoarum.

*Kêst 232*  
(âld kêst 199 FEM)

It Europeesk Parlemint stelt in eigen reglemint fan oarder fêst; dêrta is in mearderheid fan de stimmen fan syn leden needsaaklik.

De hannelingen fan it Europeesk Parlemint wurde neffens de bepalingen fan de Ferdraggen en fan syn reglemint fan oarder bekend makke.

*Kêst 233*  
(âld kêst 200 FEM)

It Europeesk Parlemint besprekt yn in iepenbiere sitting it algemiene jierferslach, dat him troch de Kommissje foarlein wurdt.

*Kêst 234*  
(âld kêst 201 FEM)

Wurdt yn it Europeesk Parlemint fanwegen it belied fan de Kommissje in moasje fan wantrouwen yntsjinne, dan kin it Europeesk Parlemint him oer dy moasje net earder útsprekke as op syn minst trije dagen nei't de moasje yntsjinne is en allinnich yn in iepenbiere stemming.

Wurdt de moasje fan wantrouwen oannommen mei in mearderheid fan twa treddepart fan de útbrochte stimmen, dy't as sadanich in mearderheid fan de leden fan it Europeesk Parlemint fertsjintwurdigje, dan moatte de leden fan de Kommissje kollektyf ûntslach nimme en moat de hege fertsjintwurdiger fan de Uny foar bûtenlânske saken en feilichheidsbelied syn funksje yn de Kommissje ek oerjaan. Hj a bliuwe yn funksje en behertigje de rinnende saken noch oant neffens kêst 17 fan it Ferdrach oangeande de Europeeske Uny yn harren fêrtanging foarsjoen is. Yn dat gefal rint de amtsperioade fan de Kommissjeleden dy't beneamd binne as fêrtangers, ôf op de datum dat de amtstermyn fan de kollektyf ta ûntslach twongen Kommissjeleden ôfrûn wêze soe.



## *OFDIELING 2*

### DE EUROPEESKE RIED

#### *Kêst 235*

1. Elk lid fan de Europeeske Ried kin mar troch ien oar lid machtige wurde om út namme fan him te stimmen.

Kêst 16, lid 4, fan it Ferdrach oangeande de Europeeske Uny en kêst 238, lid 2, fan dit Ferdrach binne fan tapassing op de Europeeske Ried wannear't dy mei kwalifisearre mearderheid fan stimmen beslút. Wannear't de Europeeske Ried troch te stimmen in beslút nimt, nimme de foarsitter fan de Europeeske Ried en dy fan de Kommisje net oan de stemming diel.

It harren ûnthâlden fan stemming troch oanwêzige of fertsjintwurdige leden foarmet gjin beïndering foar it fêststellen fan besluten fan de Europeeske Ried dêr't ienriedigens fan stimmen foar needsaaklik is.

2. De foarsitter fan it Europeesk Parlemint kin útnoege wurde om troch de Europeeske Ried heard te wurden.

3. De Europeeske Ried beslút mei gewoane mearderheid fan stimmen oer proseduerewestjes en ek oer it fêststellen fan syn reglemint fan oarder.

4. De Europeeske Ried wurdt bystien troch it sekretariaat-generaal fan de Ried.

#### *Kêst 236*

De Europeeske Ried stelt mei kwalifisearre mearderheid fan stimmen in beslút fêst:

- a) ynhâldende fêststelling fan de list fan Riedsformaasjes oars as dy fan Algemiene Saken en Bûtenlânske Saken, yn oerienstimming mei kêst 16, lid 6, fan it Ferdrach oangeande de Europeeske Uny,
- b) oangeande it foarsitterskip fan de Riedsformaasjes oars as dy fan Bûtenlânske Saken, yn oerienstimming mei kêst 16, lid 9, fan it Ferdrach oangeande de Europeeske Uny.

### OPDIELING 3

#### DE RIED

##### *Kêst 237* (âld kêst 204 FEM)

De Ried wurdt troch syn foarsitter, op dy syn inisjatyf, op inisjatyf fan ien fan syn leden of fan de Kommisje, gearroppen.

##### *Kêst 238* (âld kêst 205, lidden 1 en 2, FEM)

1. Foar de besluten fan de Ried dêr't in gewoane mearderheid foar needsaaklik is, beslút de Ried by mearderheid fan syn leden.
2. Beslút de Ried net op útstel fan de Kommisje of fan de hege fertsjintwurdiger fan de Uny foar bûtenlânske saken en feilichheidsbelied, dan jildt mei yngong fan 1 novimber 2014, yn ôfwiking fan kêst 16, lid 4, fan it Ferdrach oangeande de Europeeske Uny en ûnder foarbehâld fan it itjinge dat bepaald is yn it Protokol oangeande de oergongsbepalingen, as kwalifisearre mearderheid in mearderheid fan op syn minst 72% fan de leden fan de Ried, dy't lidsteaten fertsjintwurdigje mei mei-inoar op syn minst 65% fan de befolking fan de Uny.
3. Yn de gefallen dat, neffens de Ferdraggen, net alle leden fan de Ried stimrjocht hawwe, jildt mei yngong fan 1 novimber 2014, ûnder foarbehâld fan itjinge dat bepaald is yn it Protokol oangeande de oergongsbepalingen, foar de kwalifisearre mearderheid it folgjende:
  - a) As kwalifisearre mearderheid jildt in mearderheid fan op syn minst 55% fan de leden fan de Ried, dy't de dielnimmende lidsteaten fertsjintwurdigje, foarsafier't dat meartal mei-inoar op syn minst 65% fan de befolking yn dy lidsteaten omfettet.

In blokkearjende minderheid moat op syn minst bestean út it minimum oantal fan de leden fan de Ried dy't mear as 35% fan de befolking fan de dielnimmende lidsteaten fertsjintwurdigje, plus ien lid; is der net sa'n minderheid foarhannen, dan wurdt achte dat de kwalifisearre mearderheid helle is.
  - b) Beslút de Ried net op útstel fan de Kommisje of fan de hege fertsjintwurdiger fan de Uny foar bûtenlânske saken en feilichheidsbelied, dan jildt yn ôfwiking fan punt a) as kwalifisearre mearderheid in mearderheid fan op syn minst 72% fan de leden fan de Ried, dy't de dielnimmende lidsteaten fertsjintwurdigje, foarsafier't dat meartal mei-inoar op syn minst 65% fan de befolking yn dy lidsteaten omfettet.
4. It harren ûnthâlden fan stimming troch oanwêzige of fertsjintwurdige leden foarmet gjin beïndering foar it oannimmen fan de besluten fan de Europeeske Ried dêr't ienriedigens fan stimmen foar needsaaklik is.

*Kêst 239*  
(âld kêst 206 FEM)

Elk lid fan de Ried kin mar troch ien oar lid machtige wurde om út namme fan him te stimmen.

*Kêst 240*  
(âld kêst 207 FEM)

1. In komitee, besteande út de permaninte fertsjintwurdigers fan de regearingen fan de lidsteaten, is ferantwurdlik foar it tarieden fan it wurk fan de Ried en foar it útfieren fan opdrachten dy't troch de Ried tawiisd binne oan it komitee. It komitee kin proseduerebesluten nimme yn de gefallen dy't yn it reglemint fan oarder fan de Ried neamd wurde.

2. De Ried wurdt bystien troch in sekretariaat-generaal ûnder lieding fan in sekretaris-generaal, dy't troch de Ried beneamd wurdt.

De Ried beslút mei gewoane mearderheid fan stimmen oer de organisaasje fan it sekretariaat-generaal.

3. De Ried beslút mei gewoane mearderheid fan stimmen oer proseduerewestjes en oer it fêststellen fan syn reglemint fan oarder.

*Kêst 241*  
(âld kêst 208 FEM)

De Ried kin mei gewoane mearderheid de Kommisje fersykje om alle stúdzjes dy't hy winsklik achtet foar it ferwêzentlikjen fan de mienskiplike doelstellingen út te fieren, en him dêrta alle gaadlike útstellen te dwaan. As de Kommisje gun útstellen docht, bringt er de Ried op 'e hichte fan de reden dêrfoar.

*Kêst 242*  
(âld kêst 209 FEM)

De Ried stelt mei gewoane mearderheid, nei rieplachtsjen fan de Kommisje, it Statút fêst fan de komitees dy't yn de Ferdragen foarsjoen binne.

*Kêst 243*  
(âld kêst 210 FEM)

De Ried stelt de salarissen, fergoedingen en pensjoenen fêst fan de foarsitter fan de Europeeske Ried, fan de foarsitter fan de Kommisje, fan de hege fertsjintwurdiger fan de Uny foar bûtenlânske saken en feilichheidsbelied, fan de leden fan de Kommisje, fan de presidinten, de leden en de griffiers fan it Hof fan Justysje fan de Europeeske Uny, en ek fan de sekretaris-generaal fan de Ried. De Ried stelt boppedat alle fergoedingen fêst dy't as belemming jilde kinne.

#### *OFDIELING 4*

#### DE KOMMISSJE

##### *Kêst 244*

Neffens kêst 17, lid 5, fan it Ferdrach oangeande de Europeeske Uny wurde de leden fan de Kommissje keazen neffens in rûl aasjesysteem dat troch de Europeeske Ried mei ienriedigens fan stimmen fêststeld wurdt en dat stuolet op de ûndersteande begjinsels:

- a) de lidsteaten wurde folslein gelikens behannele as it giet om de bepaling fan de folchoarder en de amtstermyn fan harren steatsboargers as leden fan de Kommissje, sadwaande kin it ferskil tusken it totale oantal mandaten fan steatsboargers fan twa lidsteaten, likefolle hokker, nea mear wêze as ien;
- b) útsein itjinge dat bepaald is ûnder a), wjerspegel de gearstalling fan de Kommissje altyd op foldwaande wize it demografyske en geografyske ferskaat fan alle lidsteaten.

##### *Kêst 245*

(âld kêst 213 FEM)

De leden fan de Kommissje ûnthâlde harren fan elke hanneling dy't ûnferienichber is mei it aard fan harren amt. De lidsteaten earbiedigje harren ûnôfhinklikheid en besykje net om harren te beynfloedzjen by it útfieren fan harren taak.

De leden fan de Kommissje meie yn harren amtsperioade gjin oare beropsaktiviteit, al of net tsjin beleanning, útoefenje. By it oangean fan harren amt ûnthjtte hja plechtich om yn harren amtsperioade en nei ôfrin dêrfan de ferplichtingen dy't út harren amt folgje nei te kommen, yn it bysûnder de ferplichting om earlik en diskreet te hanneljen by it akseptearjen fan beskate funksjes of foardielen nei ôfrin fan dy amtsperioade. Wurde dy ferplichtingen net neikommen, dan kin it Hof fan Justysje, op fersyk fan de Ried, dy't mei gewoane mearderheid beslút, of fan de Kommissje – ôfhinklik fan de omstannichheden – beslute ta ûntslach fan amtswegen neffens kêst 247 of ta ferfal fan it rjocht op pensjoen of fan oare, dêrfoar yn it plak kommende foardielen.

##### *Kêst 246*

(âld kêst 215 FEM)

Utsein troch reguliere ferfangning of troch ferstjerren hâldt it amt fan in lid fan de Kommissje op troch frijwillich of ûnfrijwillich ûntslach.

Yn it gefal fan frijwillich of ûnfrijwillich ûntslach of fan ferstjerren, wurdt it lid foar de fierdere doer fan syn amtstermyn ferfongen troch in nij lid fan deselde nasjonaliteit, dat neffens de kritearia fan kêst 17, lid 3, twadde alinea, fan it Ferdrach oangeande de Europeeske Uny, yn oerienstimming mei de foarsitter fan de Kommissje en nei rieplachtsjen fan it Europeesk Parlemint troch de Ried beneamd wurdt.

De Ried kin mei ienriedigens fan stimmen, op útstel fan de foarsitter fan de Kommisje, beslute dat yn sa'n fakatuere net foarsjoen hoecht te wurden, benammen as de oerbliuwende doer fan de amtstermyn fan it lid koart is.

Yn it gefal fan frijwillich of ûnfrijwillich ûntslach of fan ferstjerren wurdt de foarsitter foar de fierdere doer fan syn amtstermyn ferlongen. De proseduere fan kêst 17, lid 7, earste alinea, fan it Ferdrach oangeande de Europeeske Uny is fan tapassing foar de ferfanging fan de foarsitter.

Yn it gefal fan frijwillich of ûnfrijwillich ûntslach of fan ferstjerren, wurdt de hege fertsjintwurdiger fan de Uny foar bûtenlânske saken en feilichheidsbelied foar de fierdere doer fan syn amtstermyn ferlongen neffens kêst 18, lid 1, fan it Ferdrach oangeande de Europeeske Uny.

Yn it gefal fan frijwillich ûntslach fan alle leden fan de Kommisje bliuwe hja yn funksje en behertigje hja de rinnende saken oant yn harren ferfanging foar it oerbliuwende part fan harren amtstermyn foarsjoen is neffens kêst 17 fan it Ferdrach oangeande de Europeeske Uny.

*Kêst 247*  
(âld kêst 216 FEM)

Elk lid fan de Kommisje dat net mear oan de easken foar it útoefenjen fan syn amt foldocht of op slimme wize tekoart sketten is, kin op fersyk fan de Ried, dy't mei gewoane mearderheid beslút, of fan de Kommisje troch it Hof fan Justysje út syn amt ûntset wurde.

*Kêst 248*  
(âld kêst 217, lid 2, FEM)

Mei behâld fan kêst 18, lid 4, fan it Ferdrach oangeande de Europeeske Uny wurde de taken fan de Kommisje neffens kêst 17, lid 6, fan nisneamd Ferdrach troch de foarsitter strukturearre en oer de leden fan de Kommisje ferdield.

De foarsitter kin de taakferdieling yn de rin fan syn amtstermyn feroarje. De leden fan de Kommisje oefenje de taak dy't oan harren troch de foarsitter tawisd is ûnder syn gesach út.

*Kêst 249*  
(âlde kêsten 218, lid 2, en 212 FEM)

1. De Kommisje stelt in eigen reglemint fan oarder fêst om te garandearjen dat sawol de Kommisje as syn tsjinsten dêrneffens wurkje. Hy soarget derfoar dat dat reglemint fan oarder iepenbier makke wurdt.

2. Alle jierren, op syn minst ien moanne foar de iepening fan de sitting fan it Europeesk Parlemint, publisearret de Kommisje in algemien ferslach oer it wurk fan de Uny.

*Kêst 250*  
(âld kêst 219 FEM)

De besluten fan de Kommisje wurde nommen by mearderheid fan stimmen fan syn leden.

It kwoarum wurdt bepaald yn syn reglemint fan oarder.

*OPDIELING 5*

IT HOF FAN JUSTYSJE FAN DE EUROPEESKE UNY

*Kêst 251*  
(âld kêst 221 FEM)

It Hof fan Justysje hâldt sitting yn keamers of as grutte keamer, neffens de regels dy't dêrta yn it Statút fan It Hof fan Justysje fan de Europeeske Uny fêststeld binne.

Wannear't it Statút dêryn foarsjocht, kin it Hof fan Justysje ek yn folsleine sitting gearkomme.

*Kêst 252*  
(âld kêst 222 FEM)

It Hof fan Justysje wurdt bystien troch acht advokaten-generaal. As it Hof fan Justysje soks freget, kin de Ried mei iennedigens fan stimmen it oantal advokaten-generaal ferheegje.

De advokaat-generaal hat as taak om yn it iepenbier yn folsleine ûnpartidichheid en ûnôfhinklikheid konklúzjes mei reden en útlis te lûken oangeande saken dêr't soks neffens it Statút fan it Hof fan Justysje fan de Europeeske Uny yn needsaaklik is.

*Kêst 253*  
(âld kêst 223 FEM)

De rjochters en de advokaten-generaal fan it Hof fan Justysje, keazen út persoanen dy't alle garânsjes foar ûnôfhinklikheid biede en oan alle stelde easken foldogge om yn harren ûnderskate lannen de heechste rjochterlike amten te besetten, of dy't bekend steane as kundige rjochtsgelearden, wurde yn miene oerienstimming troch de regearingen fan de lidsteaten foar seis jier beneamd nei neplachtsjen fan it komitee dat yn kêst 255 foarsjoen is.

Om de trije jier wurdt, op de wize sa't dy yn it Statút fan It Hof fan Justysje fan de Europeeske Uny bepaald is, in part fan de rjochters en de advokaten-generaal ferfongen.

De rjochters kieze út harren fermidden, foar in perioade fan trije jier, de presidint fan it Hof fan Justysje. Hy kin op 'en nij keazen wurde.

De ôfgeande rjochters en advokaten-generaal kinne op 'en nij beneamd wurde.

It Hof fan Justysje beneamt de eigen griffier en jout regels oangeande syn posysje.

It Hof fan Justysje stelt it eigen reglemint foar de prosesfiering fêst. Dat reglemint moat goedkard wurde troch de Ried, dy't beslút.

*Kêst 254*  
(âld kêst 224 FEM)

It oantal rjochters fan it Gerjocht wurdt fêststeld yn it Statút fan it Hof fan Justysje fan de Europeeske Uny. It Statút kin bepale dat it Gerjocht bystien wurdt troch advokaten-generaal.

De leden fan it Gerjocht wurde keazen út persoanen dy't alle garânsjes foar ûnôthunklikheid biede en bekwaam binne om hege rjochterlike amten te besetten. Hja wurde yn miene oerienstimming troch de regearingen fan de lidsteaten foar seis jier beneamd nei rieplachtsjen fan it komitee dat yn kêst 255 foarsjoen is. Om de trije jier wurdt in part fan de leden ferfongen. De ôfgeande leden kinne op 'en nij beneamd wurde.

De rjochters koeze út harren fermidden, foar in perioade fan trije jier, de presidint fan it Gerjocht. Hy kin op 'en nij keazen wurde.

It Gerjocht beneamt de eigen griffier en jout regels oangeande syn posysje.

It Gerjocht stelt yn oerienstimming mei it Hof fan Justysje syn reglemint foar de prosesfiering fêst. Dat reglemint moat goedkard wurde troch de Ried, dy't beslút.

Foarsaier't it Statút fan it Hof fan Justysje fan de Europeeske Uny net wat oars bepaalt, binne de bepalingen fan de Ferdraggen oangeande it Hof fan Justysje op it Gerjocht fan tapassing.

*Kêst 255*

Der wurdt in komitee oprjochte dat as taak hat om de lidsteaten advys te jaan oer de geslakhed fan de kandidaten foar it útoefenjen fan it amt fan rjochter of advokaat-generaal by it Hof fan Justysje en by it Gerjocht, foardat de regearingen fan de lidsteaten oergean ta in beneaming neffens de kêsten 253 en 254.

It komitee bestiet út sân persoanen, dy't keazen wurdt út eardere leden fan it Hof fan Justysje en fan it Gerjocht, út leden fan de heechste nasjonale rjochterlike ynstânsjes en út junsten dy't yn har fakgebiet heech oanskreaun stean; fan harren wurdt ien foardroegen troch it Europeesk Parlemint. De Ried stelt in beslút fêst oangeande it bepalen fan de wurkwize fan dat komitee, en ek in beslút oangeande de beneaming fan de leden. De Ried beslút op inisjatyf fan de presidint fan it Hof fan Justysje.

*Kêst 256*  
(âld kêst 225 FEM)

1. It Gerjocht is befoege om yn earste oanslûs beslissingen te nimmen yn saken dy't yn de kêsten

263, 265, 268, 270 en 272 neamd binne, útsein de saken dy't falle ûnder in op grûn fan kêst 257 ynstelde spesjalisearre rjochtbank en de saken dy't neffens it Statút oan it Hof fan Justysje foarbehâlden binne. It Statút kin bepale dat it Gerjocht befoege is foar oare kategoryen fan saken.

Tsjin de beslissingen fan it Gerjocht op grûn fan dit lid kin in ta rjochtsfragen beheinde hegere foarsjenning ynsteld wurden by it Hof fan Justysje, op de wize en binnen de grinzen dy't yn it Statút bepaald wurde.

2. It Gerjocht is befoege om beslissingen te nimmen yn saken fan berop dy't ynsteld wurde tsjin de beslissingen fan de spesjalisearre rjochtbanken.

De beslissingen fan it Gerjocht op grûn fan dit lid kinne op de wize en binnen de grinzen dy't yn it Statút bepaald wurde by útsûndering troch it Hof fan Justysje op 'en nij besjoen wurde, wannear't der serius gefaar bestiet dat de ienheid of de gearhing fan it rjocht fan de Uny oantaast wurdt.

3. It Gerjocht is befoege om beslissingen te nimmen oangeande prejudisjele fragen dy't foarlein wurde út krêft fan kêst 267 en beheard bliuwe ta spesifike, yn it Statút bepaalde oangelegenheden.

Wannear't it Gerjocht fan betinken is dat yn in saak in prinsipiële beslissing nommen wurde moat dy't fan ynfloed wêze kin op de ienheid of de gearhing fan it rjocht fan de Uny, kin it de saak nei it Hof fan Justysje ferwize foar in útspraak.

De beslissingen fan it Gerjocht oer prejudisjele fragen kinne op de wize en binnen de yn it Statút bepaalde grinzen by útsûndering troch it Hof fan Justysje op 'en nij besjoen wurde, wannear't der serius gefaar bestiet dat de ienheid of de gearhing fan it rjocht fan de Uny oantaast wurdt.

*Kêst 257*  
(âld kêst 225 A FEM)

It Europeesk Parlemint en de Ried kinne, neffens de gewoane wetjouwingsproseduere, spesjalisearre rjochtbanken ynstelle dy't tafoege wurde oan it Gerjocht, en dy't yn earste oanlis beslissingen nimme kinne oangeande guon kategoryen fan berop dy't ynsteld wurde yn spesifike oangelegenheden. It Europeesk Parlemint en de Ried beslute mei feroarderingen itsij op útstel fan de Kommisje en nei rieplachtsjen fan it Hof fan Justysje, itsij op fersyk fan it Hof fan Justysje en nei rieplachtsjen fan de Kommisje.

Yn de feroardering ta ynstelling fan in spesjalisearre rjochtbank wurde de regels foar de gearstalling fan dy rjochtbank en de omfang fan syn foegen fêstlein.

Tsjin de beslissingen fan de spesjalisearre rjochtbanken kin by it Gerjocht in hegere foarsjenning dy't ta rjochtsfragen beheind is, ynsteld wurde of, wannear't de feroardering ta ynstelling fan de spesjalisearre rjochtbank dêryn foarsjocht, in berop dat ek feitlike fragen oanbelanget.

De leden fan de spesjalisearre rjochtbanken wurde keazen út persoanen dy't alle garânsjes foar ûnôfhinklikheid biede en bekwaam binne om rjochterlike amten te besetten. Hja wurde troch de



Ried mei ienriedigens fan stimmen beneamd.

De spesjalisearre rjochtbanken stelle yn oerienstimming mei it Hof fan Justysje harren reglemint foar de prosesfiering fêst. Dat reglemint moat goedkard wurde troch de Ried, dy't beslút.

De bepalingen fan de Ferdraggen oangeande it Hof fan Justysje fan de Europeeske Uny en de bepalingen fan it Statút fan it Hof fan Justysje fan de Europeeske Uny binne op de spesjalisearre rjochtbanken fan tapassing, of it moast wêze dat der yn de feroardering ta ynstelling fan in spesjalisearre rjochtbank wat oars bepaald is. Titul I fan it Statút en kêst 64 dêrfan binne yn alle gefallen fan tapassing op de spesjalisearre rjochtbanken.

*Kêst 258*  
(âld kêst 226 FEM)

Is de Kommisje fan betinken dat in lidsteat ien fan de ferplichtingen dy't út krêft fan de Ferdraggen op him rêst net neikommen is, dan bringt er dêroer in motivearre advys út, nei't er dy steat yn de gelegenheid steld hat om op- of oanmerkingen te meitsjen.

As de oanbelangjende steat dat advys net binnen de termyn dy't troch de Kommisje fêststeld is optfolget, kin de Kommisje de saak yn behanneling bringe by it Hof fan Justysje fan de Europeeske Uny.

*Kêst 259*  
(âld kêst 227 FEM)

In lidsteat dy't fan betinken is dat in oare lidsteat ien fan de ferplichtingen dy't út krêft fan de Ferdraggen op him rêst net neikommen is, kin de saak foarlizze oan it Hof fan Justysje fan de Europeeske Uny,

Foar't in lidsteat tsjin in oare lidsteat in klacht yntsjinnet op grûn fan in ferûnderstelde skeining fan de ferplichtingen dy't út krêft fan de Ferdraggen op dy lêste rêste, moat er dy klacht oan de Kommisje foarlizze.

De Kommisje bringt in advys mei reden en útlis út, nei't oan de oanbelangjende steaten de gelegenheid jûn is om oer en wer skriftlik en mûnling op- of oanmerkingen te meitsjen.

As de Kommisje binnen trije moanne nei it yntsjinjen fan de klacht gjin advys útbrocht hat, kin de klacht lykwols by it Hof yntsjinne wurde.

*Kêst 260*  
(âld kêst 228 FEM)

1. As it Hof fan Justysje fan de Europeeske Uny fêststelt dat in lidsteat ien fan de ferplichtingen dy't út krêft fan de Ferdraggen op him rêst net neikommen is, is dy steat holden dy maatregels te nimmen dy't nedich binne om it arrest fan it Hof út te fieren.

2. As de Kommisje fan betinken is dat de oanbelangjende lidsteat net it nedige dien hat om

gefolch te jaan oan it arrest fan it Hof, kin er, nei't er dy steat de mooglikheid bean hat om syn op- of oanmerkingen yn te tsjinjen, de saak foar it Hof bringe. De Kommisje neamt it bedrach fan de forfêtere som of twangsom dy't troch de oanbelangjende lidsteat betelle wurde moat en dy't er yn dizze omstannichheden passend achtet.

As it Hof fêststelt dat de oanbelangjende lidsteat syn arrest net neikommen is, kin it dy steat de betelling fan in forfêtere som of in twangsom oplizze.

Dy proseduere jildt mei behâld fan itjinge dat bepaald is yn kêst 259.

3. Bringt de Kommisje by it Hof in saak yn behanneling op grûn fan kêst 258, om't er fan betinken is, dat de oanbelangjende lidsteat syn ferplichting net neikommen is om medieling te dwaan fan maatregels ta omsetting fan in neffens in wetjouwingsproseduere oannommen rjochtline, dan kin de Kommisje, as er dat passend achtet, oanjaan wat neffens him yn it ljocht fan de omstannichheden in ridlike hichte is foar de forfêtere som of twangsom dy't troch dy lidsteat betelle wurde moat.

Stelt it Hof fêst dat der sprake is fan net neikommen fan in ferplichting, dan kin it de oanbelangjende lidsteat de betelling fan in forfêtere som of in twangsom oplizze dy't net heger is as de Kommisje oanjûn hat. De ferplichting om te beteljen giet yn op de datum dy't troch it Hof yn syn arrest bepaald is.

*Kêst 261*  
(âld kêst 229 FEM)

De feroarderungen, neffens de bepalingen fan de Ferdraggen fêststeld itsj mienlik troch it Europeesk Parlemint en de Ried itsj troch de Ried, kinne oan it Hof fan Justysje fan de Europeeske Uny folsleine rjochtsmacht jaan oangeande de sanksjes dy't yn dy feroarderungen opnommen binne.

*Kêst 262*  
(âld kêst 229 A FEM)

Mei behâld fan de oare bepalingen fan de Ferdraggen, kin de Ried, neffens in bysûndere wetjouwingsproseduere en nei rieplachtsjen fan it Europeesk Parlemint, mei ienriedigens fan stimmen bepalingen fêststelle dy't oan it Hof fan Justysje fan de Europeeske Uny, yn in omfang dy't troch de Ried bepaald wurdt, foch oerdrage om útspraak te dwaan yn skelen dy't ferbân hâlde mei de tapassing fan op grûn fan de Ferdraggen fêststelde rjochtshannelingen, dy't Europeeske yntellektuële eigendomsrjochten ynstelle. Dy bepalingen gean earst yn nei't se troch alle lidsteaten neffens harren ûnderskate grûnwetlike bepalingen goedkard binne.

*Kêst 263*  
(âld kêst 230 FEM)

It Hof fan Justysje fan de Europeeske Uny giet de wettichheid nei fan wetjouwingshannelingen, fan rjochtshannelingen fan de Ried, fan de Kommisje en fan de Europeeske Sintrale Bank, foarsahtert it net giet om oanbefellingen of advizen, en hieders ek fan rjochtshannelingen fan it

Europeesk Parlemint en de Europeeske Ried dy't rjochtsgefolgen foar treden op it each hawwe. It giet ek de wettichheid nei fan rjochtshannelingen fan de organen of ynstânsjes fan de Uny dy't rjochtsgefolgen foar treden op it each hawwe.

Mei dat doel is it Hof befoege om útspraak te dwaan oangeande elk troch in lidsteat, it Europeesk Parlemint, de Ried of de Kommisje ynsteld berop fanwegen net-befoege wêzen, skeining fan wêzentlike foarmfoarskriften, skeining fan de Ferdraggen of fan likefolle hokker útfieringsregeling dêrfan, of fanwegen misbrûk fan foech.

It Hof is ûnder deselde betingsten befoege om útspraak te dwaan oangeande elk troch de Rekkenkeamer, de Europeeske Sintrale Bank of it Komitee fan de Regio's ynsteld berop dat op frijwaring fan harren prerogativen rjochte is.

Elke natuerlike persoan of rjochtspersoan kin, ûnder de betingsten dy't yn de earste en twadde alinea fêststeld binne, berop ynstelle tsjin rjochtshannelingen dy't oan him rjochte binne of dy't him streekrjocht en yndividueel reitsje, en ek tsjin regeljouwingshannelingen dy't him streekrjocht reitsje en dy't gjin útfieringsmaatregels omfetsje.

Yn de rjochtshannelingen om organen en ynstânsjes fan de Uny op te rjochtsjen kinne bysûndere betingsten en bepalingen opnommen wurde oangeande berop dat troch natuerlike persoanen of rjochtspersoanen ynsteld wurdt tsjin rjochtshannelingen fan dy organen of ynstânsjes dy't derop rjochte binne rjochtsgefolgen foar harren te hawwen.

In berop, lykas foarsjoen yn dit kêst, moat binnen twa moanne ynsteld wurde te rekkenjen, ôthunklik fan it gefal, fan de dei ôf fan bekendmakking fan de rjochtshanneling, fan de dei ôf fan meidieling oan de fersiker of by it ûntbrekken dêrfan, fan de dei ôf dat de fersiker op 'e hichte steld is fan de rjochtshanneling.

*Kêst 264*  
(âld kêst 231 FEM)

As it berop grûndearre is, wurdt de bestriden rjochtshanneling troch it Hof fan Justysje fan de Europeeske Uny neatich ferklearre.

It Hof bepaalt lykwols, as it dat nedich achtet, hokker gefolgen fan de neatich ferklearre rjochtshanneling achte wurde bestean te bliuwen.

*Kêst 265*  
(âld kêst 232 FEM)

As it Europeesk Parlemint, de Europeeske Ried, de Ried, de Kommisje, of de Europeeske Sintrale Bank yn striid mei de Ferdraggen, neilitt om in beslút te nimmen, kinne de lidsteaten en de oare ynstellingen fan de Uny harren rjochtsje ta it Hof fan Justysje fan de Europeeske Uny om dy skeining fêststelle te litten. Dit kêst is ûnder deselde betingsten fan tapassing op de organen en de ynstânsjes fan de Uny dy't neilitte in beslút te nimmen.

Dat berop is allinnich ûntfanklik as de oanbelangjende ynstelling of ynstânsje of it

oanbelangjende orgaan yn 't foar útnoege is om te hanneljen. As dy ynstelling of ynstânsje of dat orgaan nei twa moanne, te rekkenjen fan de útnoeving ôf, syn stânpunt noch net bepaald hat, kin it berop ynsteld wurde binnen in nije termyn fan twa moanne.

Elke natuerlike persoan of rjochtpersoan kin ûnder de betingsten dy't yn de foargeande alinea's fêststeld binne by it Hof beswier yntsjinje tsjin it feit dat ien fan de ynstellingen, organen of ynstânsjes fan de Uny neilitten hat om oan him in rjochtshanneling te rjochtsjen oars as it jaan fan in oanbefelling of in advys.

*Kêst 266*  
(âld kêst 233 FEM)

De ynstelling, it orgaan of de ynstânsje dêr't de rjochtshanneling neaich fan ferklearre is of dêr't it fersom fan yn striid mei de Ferdraggen ferklearre is, is ferplichte de maatregels te nummen dy't nedich binne om it arrest út te fieren fan it Hof fan Justysje fan de Europeeske Uny.

Dy ferplichting jildt mei behâld fan de ferplichting dy't folgjende kin út de tapassing fan kêst 340, twadde alinea.

*Kêst 267*  
(âld kêst 234 FEM)

It Hof fan Justysje fan de Europeeske Uny is befoege, by wize fan prejudisjele beslissing om in útspraak te dwaan oer

- a) de ynterpretaasje fan de Ferdraggen,
- b) de jildichheid en de ynterpretaasje fan de rjochtshannelingen fan de ynstellingen, de organen of de ynstânsjes fan de Uny.

As in fraach datoangeande nei foaren brocht wurdt foar in rjochterlike ynstânsje fan ien fan de lidsteaten, kin dy ynstânsje, as er in beslissing op dat punt needsaaklik achtet foar it wizen fan syn tonnis, it Hof fersykje om oer dy fraach in útspraak te dwaan.

As in fraach datoangeande nei foaren brocht wurdt yn in saak dy't yn behandeling is by in nasjonale rjochterlike ynstânsje dêr't de beslissingen fan neffens it nasjonale rjocht net fetber binne foar heger berop, is dy ynstânsje ferplichte om him ta it Hof te rjochtsjen.

As sa'n fraach nei foaren brocht wurdt yn in saak oangeande in detinearre persoan dy't by in nasjonale rjochterlike ynstânsje behannelle wurde moat, docht it Hof sa gau mooglik útspraak.

*Kêst 268*  
(âld kêst 235 FEM)

It Hof fan Justysje fan de Europeeske Uny is befoege oangeande skelen oer de fergoeding fan skealykas foarsjoen yn kêst 340, twadde en tredde alinea.

*Kêst 269*

It Hof fan Justysje kin allinnich op fersyk fan de lidsteat dêr't de Europeeske Ried of de Ried in konstatearring foar dien hat en allinnich wat it neilibjen oanbelanget fan de prosedurele bepalingen fan kêst 7 fan it Ferdrach oangeande de Europeeske Uny, útspraak dwaan oer de wettichheid fan in rjochtshanneling dy't troch de Europeeske Ried of troch de Ried út krêft fan dat kêst fêststeld is.

Dat fersyk moat binnen ien moanne nei de konstatearring dien wurde. It Hof docht útspraak binnen ien moanne nei de datum fan it fersyk.

*Kêst 270*  
(âld kêst 236 FEM)

It Hof fan Justysje fan de Europeeske Uny is befoege om útspraak te dwaan yn elk skeel tusken de Uny en syn personielsleden, binnen de grinzen en ûnder de betingsten fêststeld troch it statút fan de amtners fan de Uny en de regeling dy't fan tapassing is op de oare personielsleden fan de Uny.

*Kêst 271*  
(âld kêst 237 FEM)

It Hof fan Justysje fan de Europeeske Uny is befoege, binnen de grinzen dy't hjimei oanjûn binne, oangeande de skelen oer:

- a) de úthienng fan de ferplichtingen fan de lidsteaten dy't folge út it Statút fan de Europeeske Ynvestearingsbank. De Ried fan behear fan de Bank hat datoangeande de foegen ta syn foldwaan dy't neffens kêst 258 oan de Kommisje takend binne;
- b) de besluten fan de Ried fan gûverneurs fan de Europeeske Ynvestearingsbank. Elke lidsteat, de Kommisje en de Ried fan behear fan de Bank kinne ûnder de betingsten steld yn kêst 263 datoangeande berop ynstelle;
- c) de besluten fan de Ried fan behear fan de Europeeske Ynvestearingsbank. Berop tsjin dy besluten kin ûnder de betingsten fan kêst 263 allinnich ynsteld wurde troch de lidsteaten of de Kommisje, en allinnich yn it gefal fan skeining fan de foarmfoarskriften yn de sin fan kêst 21, lidden 2, 5, 6 en 7, fan it statút fan de Bank;
- d) de úthienng fan de ferplichtingen fan de nasjonale sintrale banken dy't folge út de Ferdraggen en út it Statút fan it Europeesk Stelsel fan Sintrale Banken. De Ried fan bestjoer fan de Europeeske Sintrale Bank hat datoangeande, wat de nasjonale sintrale banken oanbelanget, de foegen ta syn foldwaan dy't neffens kêst 258 oan de Kommisje takend binne oangeande de lidsteaten. As it Hof fêststelt dat in nasjonale sintrale bank ien fan de út krêft fan de Ferdraggen op him rêstende ferplichtingen net neikommen is, is dy bank holden om dy maatregels te nimmen dy't nedich binne om it arrest fan it Hof út te fieren.

*Kêst 272*  
(âld kêst 238 FEM)

It Hof fan Justysje fan de Europeeske Uny is befoege om útspraak te dwaan út krêft fan in arbitraazjekl ausule opnommen yn in oerienkomst dy't troch of út namme fan de Uny publykrechtlik of privaatrechtlik sletten is.

*Kêst 273*  
(âld kêst 239 FEM)

It Hof fan Justysje is befoege om útspraak te dwaande yn elk skeel tusken lidsteaten dat ferbân hâldt mei de ynhâld fan de Ferdraggen, as dat skeel him op grûn fan in arbitraazjeferienkomst foarlein wurdt.

*Kêst 274*  
(âld kêst 240 FEM)

Utsein it foech dat yn de Ferdraggen oan it Hof fan Justysje fan de Europeeske Uny jûn wurdt, binne de skelen dêr't de Uny partij yn is, net op grûn dêrfan ûntlutsen oan it foech fan de nasjonale rjochterlike ynstânsjes.

*Kêst 275*

It Hof fan Justysje fan de Europeeske Uny is net befoege as it giet om de bepalingen fan it mienskiplik bûtenlânsk belied en feilichheidsbelied of om de rjochtshannelingen dy't op grûn dêrfan fêststeld binne.

It Hof is lykwols befoege om tafersjoch te hâlden op it neilibjen fan kêst 40 fan it Ferdrach oangeande de Europeeske Uny en útspraak te dwaan yn saken fan berop dy't ûnder de yn kêst 263, fjirde alinea, fan dit Ferdrach bepaalde betingsten ynsteld wurde yn ferbân mei it tafersjoch op de wettichheid fan besluten dy't beheinende maatregels befetsje tsjin natuerlike persoanen of rjochtspersoanen, dy't troch de Ried op grûn fan Haadstik 2 fan Titel V fan it Ferdrach oangeande de Europeeske Uny fêststeld binne.

*Kêst 276*

By it útoefenjen fan syn taken yn ferbân mei de bepalingen yn de Haadstikken 4 en 5 fan Titel V fan it Tredde Diel, oangeande de romte fan frijheid, feilichheid en rjocht is it Hof fan Justysje fan de Europeeske Uny net befoege om de jildichheid of de evenredichheid nei te gean fan operaasjes fan de plysje of fan oare ynstânsjes belêstige mei wetshanthavering yn in lidsteat, noch om him út te sprekken oer it útoefenjen fan de ferantwurdlikheden fan de lidsteaten oangeande it hanthavenjen fan de iepenbiere oarder en it beskermjen fan de binnenlânske feilichheid.

*Kêst 277*  
(âld kêst 241 FEM)

Ek nei it ferrinnen fan de termyn neamd yn kêst 263, sechsde alinea, kin elke partij yn in rjochtsaak, dy't rjochte is op it oanfjochtsjen fan in rjochtshanneling fan algemiene strekking fêststeld troch in ynstelling, in orgaan of in ynstânsje fan de Uny, de middels neamd yn kêst 263, twadde alinea, oanhjere om foar it Hof fan Justysje fan de Europeeske Uny de net-tapaslikheid fan dy rjochtshanneling yn te roppen.

*Kêst 278*  
(âld kêst 242 FEM)

In berop dat by it Hof fan Justysje fan de Europeeske Uny ynsteld is hat gjin opskowende wurking. It Hof kin lykwols, as it fan betinken is dat de omstannichheden soks easkje, útstel fan de úthiening fan de bestriden rjochtshanneling oplizze.

*Kêst 279*  
(âld kêst 243 FEM)

It Hof fan Justysje fan de Europeeske Uny kin yn saken dy't by dit kolleezje yn behanneling brocht binne, de needsaaklike foarriedige maatregels foarskriuwe.

*Kêst 280*  
(âld kêst 244 FEM)

De arresten fan it Hof fan Justysje fan de Europeeske Uny binne út te fieren neffens de bepalingen fan kêst 299.

*Kêst 281*  
(âld kêst 245 FEM)

It Statút fan it Hof fan Justysje fan de Europeeske Uny wurdt fêststeld yn in ôfsûnderlik Protokol.

It Europeesk Parlemint en de Ried kinne, neffens de gewoane wetjouwingsproseduere, it Statút feroarje, útsein Titel I en kêst 64 dêrfan. It Europeesk Parlemint en de Ried beslute itsij op fersyk fan it Hof fan Justysje en nei replachtsjen fan de Kommisje, itsij op útstel fan de Kommisje en nei replachtsjen fan it Hof fan Justysje.

*OPDIELING 6*

DE EUROPEESKE SINTRALE BANK

*Kêst 282*

1. De Europeeske Sintrale Bank en de nasjonale sintrale banken foarmje it Europeesk Stelsel fan

Sintrale Banken (ESSB). De Europeeske Sintrale Bank en de nasjonale sintrale banken fan de lidsteaten, dy't de euro as munt hawwe, foarme mei-inoar it eurostelsel en fiere it monetêr belied fan de Uny.

2. It ESSB wurdt laat troch beslútfarmingsorganen fan de Europeeske Sintrale Bank. It haaddoel fan it ESSB is it hanthavenjen fan prisstabiliteit. Mei behâld fan dy doelstelling stypet it stelsel it algemien ekonomysk belied yn de Uny mei as doel om by te dragen oan it ferwêzentlikjen fan de doelstellingen fan de Uny.

3. De Europeeske Sintrale Bank hat rjochtspersoonlikheid. Hy allinnich hat it rjocht om machtiging te jaan ta útjette fan de euro. Hy is ûnôfhinklik, likegoed by it útoefenjen fan syn foegen as wat it behear fan syn finansjele middels oangeet. De ynstellingen, organen en ynstânsjes fan de Uny en de regearingen fan de lidsteaten earbiedige dy ûnôfhinklikheid.

4. De Europeeske Sintrale Bank nimt de maatregels dy't nedich binne om syn taken út te fieren neffens de kâsten 127 oant en mei 133 en kâst 138 en neffens de betingsten dy't troch it Statút fan it ESSB en fan de ESB bepaald binne. Neffens nisnearnde kâsten behâlde de lidsteaten dy't de euro net as munt hawwe, en ek harren sintrale banken, harren foegen op monetêr mêd.

5. Op de mêden dy't ûnder syn foech falle, wurdt de Europeeske Sintrale Bank rieplachte oer alle ûntwerpen foar rjochtshannelingen fan de Uny, en ek oer elk ûntwerp fan regeljouwing op nasjonaal nivo, en kin er advys útbringe.

*Kâst 283*  
(âld kâst 112 FEM)

1. De Ried fan bestjoer fan de Europeeske Sintrale Bank bestiet út de leden fan de direksje fan de Europeeske Sintrale Bank en de presidinten fan de nasjonale sintrale banken fan de lidsteaten dy't de euro as munt hawwe.

2. De direksje bestiet út de presidint, de vice-presidint en fjouwer oare leden.

De presidint, de vice-presidint en de oare leden fan de direksje wurde keazen út persoanen mei in erkende reputaasje en profesjonele ûnderfining op monetêr of bankêr mêd en wurde mei kwalifisearre mearderheid troch de Europeeske Ried beneamd, op oanbefelling fan de Ried, dy't dêrta it Europeesk Parlemint en de Ried fan bestjoer fan de Europeeske Sintrale Bank rieplachte hat.

Hja wurde foar in perioade fan acht jier beneamd en kinne net op 'en nij beneamd wurde.

Allinnich dyjingen dy't de nasjonaliteit fan ien fan de lidsteaten hawwe, kinne lid fan de direksje wêze.

*Kâst 284*  
(âld kâst 113 FEM)

1. De foarsitter fan de Ried en in lid fan de Kommisje meie sûnder stimpocht oan de



gearkomsten fan de Ried fan bestjoer fan de Europeeske Sintrale Bank dielnimme.

De foarsitter fan de Ried kin oan de Ried fan bestjoer fan de Europeeske Sintrale Bank in moasje foarlizze foar besprek.

2. De presidint fan de Europeeske Sintrale Bank wurdt útnoege om oan de gearkomsten fan de Ried diel te nimmen wannear't dy oangeligheden besprekt oangeande de doelstellingen en de taken fan it ESSB.

3. De Europeeske Sintrale Bank stelt in jierferslach op oangeande de aktiviteiten fan it ESSB en oangeande it monetêr belied yn it ôfrûne en it rinnende jier, ornearre foar it Europeesk Parlemint, de Ried en de Kommissje, en ek foar de Europeeske Ried. De presidint fan de Europeeske Sintrale Bank leit dat ferslach foar oan de Ried en oan it Europeesk Parlemint dat op dy basis in algemien debat hâlde kin.

De presidint fan de Europeeske Sintrale Bank en de oare leden fan de direksje kinne op fersyk fan it Europeesk Parlemint of op eigen manneboet heard wurde troch de foechhawwende kommissjes fan it Europeesk Parlemint.

## *OFDIELING 7*

### DE REKKENKEAMER

*Kêst 285*  
(âld kêst 246 FEM)

De Rekkenkeamer docht de kontrôle fan de rekkens fan de Uny.

Yn de Rekkenkeamer hat ien steatsboarger fan elke lidsteat in sit. De leden fan de Rekkenkeamer oefenje harren amt yn folsleine ûnôfhinklikheid út, yn it algemien belang fan de Uny.

*Kêst 286*  
(âld kêst 247 FEM)

1. De leden fan de Rekkenkeamer wurde keazen út persoanen dy't yn harren eigen steat hearre of heard hawwe ta de eksterne kontrôle-ynstânsjes of dy't foar dy funksje bysûnder geskikt binne. Hja biede alle garânsjes foar ûnôfhinklikheid.

2. De leden fan de Rekkenkeamer wurde foar seis jier beneamd. De Ried stelt, nei rieplachtsjen fan it Europeesk Parlemint, de list fan leden fêst dy't neffens de foardrachten fan de lidsteaten opsteld binne. De leden fan de Rekkenkeamer kinne net op 'en nij beneamd wurde.

Hja kieze út harren fermidden, foar in perioade fan trije jier, de foarsitter fan de Rekkenkeamer. Hy kin op 'en nij keazen wurde.

3. By it úthieren fan harren taken freegje noch akseptearje de leden fan de Rekkenkeamer

ynstruksjes fan likefolle hokker regear of lichem. Hja ûnthâlde harren fan elke hanneling dy't ûnferienichber is mei it karakter fan harren amt.

4. De leden fan de Rekkenkeamer meie yn harren amtsperioade gjin oare beropsaktiviteit, al of net tsjin beëanning, útoefenje. By it oangean fan harren amt ûnthjutte hja plechtich om yn harren amtsperioade en nei ôfrin dêrfan de ferplichtingen dy't út harren taak folgje nei te kommen, yn it bysûnder de ferplichting om earlik en diskreet te hanneljen by it akseptearjen fan beskate funksjes of foardielen nei ôfrin fan dy amtsperioade.

5. Utsein troch reguliere ferfanging of troch ferstjerren hâldt it amt fan in lid fan de Rekkenkeamer op troch frijwillich ûntslach of troch twongen ûntslach as gefolch fan in útspraak fan it Hof fan Justysje neffens lid 6.

Yn de dêrtroch ûntstiene fakatuere wurdt foar de oerbliuwende amtstermyn in opfolger beneamd.

Utsein yn it gefal fan twongen ûntslach bliuwe de leden fan de Rekkenkeamer yn funksje oant yn harren ferfanging foarsjoen is.

6. De leden fan de Rekkenkeamer kinne allinnich út harren amt ûntset wurde of fan harren rjocht op pensjoen of fan oare dêrfoar yn it plak kommende foardielen ferfallen ferklearre wurde, as it Hof fan Justysje, op fersyk fan de Rekkenkeamer, konstataret dat hja net langer foldogge oan de easken foar it útoefenjen fan harren amt of oan de ferplichtingen dy't út harren taak folgje.

7. De Ried stelt de arbeidsbetingsten fêst, benammen de salarissen, fergoedingen en pensjoenen fan de foarstatter en fan de leden fan de Rekkenkeamer. Hy stelt ek alle oare fergoedingen fêst dy't yn stee fan leen betelle wurde.

8. De bepalingen fan it Protokol oangeande de foarjochten en ymmuniteiten fan de Europeeske Uny dy't fan tapassing binne op de rjochters fan it Hof fan Justysje fan de Europeeske Uny jilde ek foar de leden fan de Rekkenkeamer.

*Kêst 287*  
(âld kêst 248 FEM)

1. De Rekkenkeamer ûndersiket de rekkens fan alle ynkkomsten en útjeften fan de Uny. Hy ûndersiket boppedat de rekkens fan alle ynkkomsten en útjeften fan elk orgaan of elke ynstânsje ynsteld troch de Uny, foarsafer't it ynstellingsbeslút dat ûndersyk net útslút.

De Rekkenkeamer leit it Europeesk Parlemint en de Ried in ferklearing foar dêrt de betrouberheid fan de rekkens en de rjochtmjittichheid en de wettichheid fan de ûnderlizzende ferjochtingen yn befêstige wurde, dy ferklearing wurdt yn it *Publikaasjeblêd fan de Europeeske Uny* bekend makke. Oan dy ferklearing kinne spesi fike beoardielingen tahekke wurde foar alle gruttere sektoaren fan belied fan de Uny.

2. De Rekkenkeamer ûndersiket de wettichheid en de rjochtmjittichheid fan de ynkkomsten en útjeften en giet boppedat nei oft in goed finansjeel behear fierd waard. Dêrby bringt er benammen ferslach út oer elk gefal fan ûnrjochtmjittichheid.

De kontrôle fan de ynkomenen bart oan de hân fan sawol de bedraggen dy't fêststeld binne yn de sin fan bydragen ferskuldige oan de Uny as de bedraggen dy't feitlik betelle binne.

De kontrôle fan de útjeften bart oan de hân fan betelfplichtingen en feitelike betellingen.

Dy kontrôles kinne harren beslach krije foarôfgeand oan it ôfsluten fan de rekken fan it begruttingsjier yn kwestje.

3. De kontrôle bart oan de hân fan stikken, en, as dat nedich is, op it plak sels by de oare ynstellingen fan de Uny, yn de gebouwen fan alle organen of ynstelde ynstânsjes dy't ynkomenen of útjeften út namme fan de Uny beheare, en yn de lidsteaten, ynklusyf yn de gebouwen fan alle natuerlike persoanen of rjochtspersoanen dy't betellingen út de begrutting ûntfange. De kontrôle yn de lidsteaten bart yn gearwurking mei de nasjonale kontrôle-ynstânsjes of, as dy lêsten net de nedige foegen ta harren foldwaan hawwe, yn gearwurking mei de foechhawwende nasjonale tsjinsten. De Rekkenkeamer en de nasjonale kontrôle-ynstânsjes fan de lidsteaten wurkje gear yn ûnderling betrouwen en mei behâld fan harren ûnôfhinklikheid. Dy ynstânsjes en tsjinsten diele oan de Rekkenkeamer mei oft hja it foarimmen hawwe om oan de kontrôle diel te nimmen.

De oare ynstellingen fan de Uny, de organen of ynstelde ynstânsjes dy't ynkomenen of útjeften út namme fan de Uny beheare, de natuerlike persoanen of rjochtspersoanen dy't betellingen út de begrutting ûntfange en de nasjonale kontrôle-ynstânsjes of, as dy net de nedige foegen ta harren foldwaan hawwe, de foechhawwende nasjonale tsjinsten stjoere de Rekkenkeamer op fersyk alle stikken en ynlychtingen ta dy't nedich binne foar it úthieren fan syn taak.

Oangeande it behear fan de ynkomenen en útjeften fan de Uny troch de Europeeske Ynvestearringsbank wurdt it rjocht fan tagong fan de Rekkenkeamer ta ynformaasje dy't de Bank ta syn foldwaan hat, fêstlein yn in regeling tusken de Rekkenkeamer, de Bank en de Kommisje. By ôfwêzichheid fan in regeling hat de Rekkenkeamer lykwols tagong ta de ynformaasje dy't nedich is foar de kontrôle op de ynkomenen en útjeften fan de Uny dy't troch de Bank beheard wurde.

4. De Rekkenkeamer stelt nei ôfrin fan elk begruttingsjier in jierferslach op. Dat ferslach wurdt tastjoerd oan de oare ynstellingen fan de Uny en mei de antwurden fan dy ynstellingen op de opmerkingen fan de Rekkenkeamer publisearre yn it *Publikaasjeblêd fan de Europeeske Uny*.

De Rekkenkeamer kin fierdersoan op elk momint oangeande bysûndere fraachstikken opmerkingen meitsje, benammen yn de foarm fan spesjale ferslaggen, en kin op fersyk fan ien fan de oare ynstellingen fan de Uny advizen útbringe.

De Rekkenkeamer nimt, mei mearderheid fan stimmen fan syn leden, syn jierferslaggen, spesjale ferslaggen of advizen oan. Hy kin lykwols út syn midden kearners foarmje om bepaalde soarten fan rapporten of advizen oan te nimmen ûnder de betingsten lykas fêstlein yn syn reglemint fan oarder.

De Rekkenkeamer stiet it Europeesk Parlemint en de Ried by, by de kontrôle op de útfiering fan de begrutting.

De Rekkenkeamer stelt in eigen reglemint fan oarder fêst. Dat reglemint moat goedkard wurde troch de Ried.

## HAADSTIK 2

### RJOCHTSHANNELINGEN FAN DE UNY, FÊSTSTELLINGSPROSEDUERES EN OARE BEPALINGEN

#### *OFDIELING 1*

#### RJOCHTSHANNELINGEN FAN DE UNY

##### *Kêst 288* (âld kêst 249 FEM)

Om de foegen fan de Uny útoefenje te kinnen, stelle de ynstellingen feroarderingen, rjochtlinen, besluten, oanbefellingen en advizen fêst.

In feroardering hat algemiene jildichheid. Hy is ferbinend yn al syn ûnderdielen en jildt rjochtstreeks yn elke lidsteat.

In rjochtline is foar elke lidsteat dêr't er foar ornearre is, ferbinend oangeande it te berikken resultaat, mar oan de nasjonale ynstânsjes wurdt it foech litten om foarm en middels te kiezen.

In beslút is ferbinend yn al syn ûnderdielen. Binne se oan bepaalde adressaten rjochte, dan is er allinnich foar harren ferbinend.

Oanbefellingen en advizen binne net ferbinend.

##### *Kêst 289*

1. De gewoane wetjouwingsproseduere hâldt yn it mienskiplik fêststellen fan in feroardering, in rjochtline of in beslút, troch it Europeesk Parlemint en de Ried, op útstel fan de Kommisje. Dy proseduere wurdt beskreaun yn kêst 294.

2. Yn spesifike gefallen, bepaald yn de Ferdraggen, jildt in bysûndere wetjouwingsproseduere foar it fêststellen fan in feroardering, in rjochtline of in beslút troch it Europeesk Parlemint yn 'e mande mei de Ried, of troch de Ried yn 'e mande mei it Europeesk Parlemint.

3. Rjochtshannelingen dy't neffens in wetjouwingsproseduere fêststeld binne, binne wetjouwingshannelingen.

4. Yn spesifike gefallen, bepaald yn de Ferdragen, kinne wetjouwingshannelingen op inisjatyf fan in groep lidsteaten of fan it Europeesk Parlemint, op oanbefelling fan de Europeeske Sintrale Bank of op fersyk fan it Hof fan Justysje of fan de Europeeske Ynvestearingsbank fêststeld wurde.

#### *Kêst 290*

1. Yn in wetjouwingshanneling kin oan de Kommisje it foech oerdroegen wurde om net-wetjouwingshannelingen mei algemiene strekking fêst te stellen, as oanfolling op of feroaning fan bepaalde net-essinsjele ûnderdielen fan de wetjouwingshanneling.

Yn de oanbelangjende wetjouwingshannelingen wurde eksplisyt de doelstellingen, de ynhâld, de strekking en de doer fan de delegaasje fan foech ôfboekene. De regeling fan essinsjele ûnderdielen fan in mêd is foarbehâlden oan in wetjouwingshanneling en kin sadwaande gjin ûnderdiel wêze fan in delegaasje fan foech.

2. Yn de wetjouwingshannelingen wurde de betingsten dy't foar delegaasje jilde, eksplisyt fêstlein. Dat kinne de folgjende betingsten wêze:

- a) it Europeesk Parlemint of de Ried kin beslute om de delegaasje yn te lûken;
- b) de delegearre rjochtshanneling kin earst yngean as it Europeesk Parlemint of de Ried binnen de termyn dy't yn de wetjouwingshanneling fêststeld is, dêr gjin kopsje op makke hat.

Foar it tapassen fan itjinge dat bepaald is ûnder a) en b) beslút it Europeesk Parlemint by mearderheid fan syn leden en beslút de Ried mei kwalifisearre mearderheid fan stimmen.

3. Yn de titel fan de delegearre rjochtshannelingen wurdt it eigenskipswurd "delegearre" tafoege.

#### *Kêst 291*

1. De lidsteaten nimme alle maatregels neffens yntern rjocht dy't nedich binne om de juridysk binende rjochtshannelingen fan de Uny út te fieren.

2. As it nedich is dat juridysk binende rjochtshannelingen fan de Uny neffens ienfoarmige betingsten útfierd wurde, diele dy rjochtshannelingen útfieringsfoegen ta oan de Kommisje of yn goed motivearre spesifike gefallen en yn de gefallen dy't yn de kâsten 24 en 26 fan it Ferdrach oangeande de Europeeske Uny bepaald binne, oan de Ried.

3. Foar de tapassing fan lid 2 lizze it Europeesk Parlemint en de Ried yn 't foar, neffens de gewoane wetjouwingsproseduere, troch de wei fan feroardeningen de algemiene foarskriften en begjinsels fêst dy't fan tapassing binne op de wize dêr't de lidsteaten it útoefjen fan de útfieringsfoegen troch de Kommisje op kontrolearje.

4. Yn de titel fan útfieringsrjochtshannelingen wurdt "útfierings-" tafoege.

### *Kêst 292*

De Ried stelt oanbefellingen fêst. De Ried beslút, op útstel fan de Kommisje, yn alle gefallen dat yn de Ferdraggen bepaald is dat hy rjochtshannelingen op útstel fan de Kommisje fêststelt. Op de mêden dêr't foar bepaald is, dat rjochtshannelingen fan de Uny mei iennedigens fan stimmen fêststeld wurde, beslút de Ried mei iennedigens fan stimmen. De Kommisje, en ek de Europeeske Sintrale Bank yn de spesifike gefallen dy't yn de Ferdraggen bepaald binne, stelle oanbefellingen fêst.

## *OFDIELING 2*

### FÊSTSTELLINGSPROSEDUERES EN OARE BEPALINGEN

#### *Kêst 293* (âld kêst 250 FEM)

1. Wannear't de Ried op grûn fan de Ferdraggen op útstel fan de Kommisje beslút, kin er dat útstel alinnich mei iennedigens fan stimmen feroarje, soks jildt net foar de gefallen beskreaun yn kêst 294, lidden 10 en 13, kêst 310, kêst 312, kêst 314 en kêst 315, twadde alinea.
2. Salangt de Ried gjin beslút nommen hat, kin de Kommisje op elk momint yn de prosedueres dy't liede ta it oannimmen fan in rjochtshanneling fan de Uny, syn útstel feroarje.

#### *Kêst 294* (âld kêst 251 FEM)

1. Wurdt yn de Ferdraggen foar it oannimmen fan in rjochtshanneling nei de gewoane wetjouwingsproseduere ferwiisd, dan is de ûndersteande prosedueres fan tapassing.
2. De Kommisje tsjinnet in útstel yn by it Europeesk Parlemint en by de Ried.

#### *Earste lêzing*

3. It Europeesk Parlemint stelt syn stânpunt yn earste lêzing fêst en dielt it mei oan de Ried.
4. As de Ried it stânpunt fan it Europeesk Parlemint goedkart, wurdt de oanbelangjende rjochtshanneling fêststeld yn de formulearring dy't oerienkomt mei it stânpunt fan it Europeesk Parlemint.
5. As de Ried it stânpunt fan it Europeesk Parlemint net goedkart, stelt er syn stânpunt yn earste lêzing fêst en dielt er dat mei oan it Europeesk Parlemint.
6. De Ried bringt it Europeesk Parlemint folslein op 'e hichte fan syn reden foar it fêststellen fan syn stânpunt yn earste lêzing. De Kommisje bringt it Europeesk Parlemint folslein op 'e hichte fan syn stânpunt.

### *Twadde lêzing*

7. As it Europeesk Parlemint binnen in termyn fan trije moanne nei dy meidieling:

- a) it stânpunt fan de Ried yn earste lêzing goedkart of him net útsprutsen hat, wurdt de oanbelangjende rjochtshanneling achte fêststeld te wêzen yn de formulearing dy't oerienkomt mei it stânpunt fan de Ried;
- b) it stânpunt fan de Ried yn earste lêzing mei in mearderheid fan syn leden fersmyt, wurdt de foarsleine rjochtshanneling achte net fêststeld te wêzen;
- c) mei in mearderheid fan syn leden amendeminten op it stânpunt fan de Ried yn earste lêzing foarslacht, wurdt de sa amendearre tekst tastjoerd oan de Ried en oan de Kommisje, dy't advys oer dy amendeminten útbringt.

8. As de Ried binnen in termyn fan trije moanne nei ûntfangst fan de amendeminten fan it Europeesk Parlemint mei kwalifisearre mearderheid fan stimmen:

- a) al dy amendeminten goedkart, wurdt de oanbelangjende rjochtshanneling achte fêststeld te wêzen;
- b) net alle amendeminten goedkart, ropt de foarsitter fan de Ried, yn oerienstimming mei de foarsitter fan it Europeesk Parlemint, binnen seis wiken it bemiddelingskomitee gear.

9. De Ried beslút mei ienriedigens fan stimmen oer de amendeminten dêr't de Kommisje negatyf advys oer útbrocht hat.

### *Bemiddeling*

10. It bemiddelingskomitee bestiet út de leden fan de Ried of harren fertsjintwurdigers en in selde oantal leden dy't it Europeesk Parlemint fertsjintwurdigje, en hat as taak om binnen in termyn fan seis wike nei't it gearropen is, mei in kwalifisearre mearderheid fan de leden fan de Ried of harren fertsjintwurdigers en mei in mearderheid fan de leden dy't it Europeesk Parlemint fertsjintwurdigje, oerienstimming te berikken oer in mienskiplike ûntwerpstekst op basis fan de stânpunten fan it Europeesk Parlemint en de Ried yn twadde lêzing.

11. De Kommisje nimt oan it wurk fan it bemiddelingskomitee diel en stelt alle prikken yn it wurk om de stânpunten fan it Europeesk Parlemint en de Ried tichter byinoar te bringen.

12. As it bemiddelingskomitee binnen in termyn fan seis wiken nei't it gearropen is, gjin mienskiplike ûntwerpstekst goedkart, wurdt de foarsleine rjochtshanneling achte net fêststeld te wêzen.

### *Tredde lêzing*

13. As it bemiddelingskomitee binnen dy termyn in mienskiplike ûntwerpstekst goedkart, hawwe

it Europeesk Parlemint en de Ried in termyn fan seis wiken nei dy goedkarring ta harren foldwaan om de rjochtshanneling yn kwestje neffens dy ûntwerptekst fêst te stellen; dêrby beslút it Europeesk Parlemint mei in mearderheid fan de útbrochte stimmen, en de Ried mei kwalifisearre mearderheid fan stimmen. As soks net bart, wurdt dy foarsleine rjochtshanneling achte net fêststeld te wêzen.

14. De terminen fan trije moanne en seis wiken dy't yn dit kêst neamd binne wurde, op inisjatyf fan it Europeesk Parlemint of fan de Ried, mei op syn heechst ien moanne, respektivelik twa wike ferlingd.

#### *Bysûndere bepalingen*

15. Wannear't yn de yn de Ferdraggen bepaalde gefallen, op inisjatyf fan in groep lidsteaten, op oanbefelling fan de Europeeske Sintrale Bank of op fersyk fan it Hof fan Justysje de gewoane wetjouwingsproseduere folge wurdt oangeande in wetjouwingshanneling, binne lid 2, lid 6, twadde sin, en lid 9 net fan tapassing.

Yn dy gefallen stjoere it Europeesk Parlemint en de Ried it ûntwerp fan de rjochtshanneling en ek harren stânpunten yn earste en twadde lêzing ta oan de Kommisje. It Europeesk Parlemint of de Ried kin de Kommisje yn alle fazen fan de proseduere om advys freegje, de Kommisje kin ek op eigen manneboet advys útbringe. As de Kommisje dat nedich achtet, kin er neffens lid 11 ek dielnimme oan it wurk fan it bemiddelingskomitee.

#### *Kêst 295*

It Europeesk Parlemint, de Ried en de Kommisje rieplachtsje inoar en bepale yn mien oerlis hoe't hja gearwurkje. Dêrta kinne hja, mei achtslaan fan de Ferdraggen, ynterynstitusjonele akkoarten slute dy't in binend karakter hawwe kinne.

#### *Kêst 296* (âld kêst 253 FEM)

Wannear't de Ferdraggen net bepale hokker soarte fan rjochtshanneling fêststeld wurde moat, meitsje de ynstellingen sels yn elk ôfsûnderlik gefal in kar, mei achtslaan fan de jildende prosedueres en fan it evenredichheidsbeginsel.

Rjochtshannelingen wurde foarsjoen fan reden en útlis en ferwize nei de útstellen, inisjativen, oanbefellingen, fersiken of advizen dêr't de Ferdraggen yn foarsjogge.

As by it Europeesk Parlemint en de Ried in ûntwerp fan wetjouwingshanneling yntsjinne is, stelle hja gjin rjochtshannelingen fêst dêr't de wetjouwingsproseduere dy't op it oanbelangjende mêd fan tapassing is, net yn foarsjocht.

#### *Kêst 297* (âld kêst 254 FEM)

1. Wetjouwingshannelingen dy't neffens de gewoane wetjouwingsproseduere fêststeld binne,



wurde troch de foarsitter fan it Europeesk Parlemint en troch de foarsitter fan de Ried ûndertekene.

Wwetjouwingshannelingen dy't neffens in bysûndere wetjouwingsproseduere fêststeld binne, wurde ûndertekene troch de foarsitter fan de ynstelling dêr't se troch fêsteld binne.

De wetjouwingshannelingen wurde bekend makke yn it *Publikaasjeblêd fan de Europeeske Uny*. Sy gean yn op it tiidstip dat yn de oanbelangjende wetjouwingshanneling fêstlein is of, by it ûntbrekken dêrfan, op de tweintichste dei folgjend op harren bekendmakking.

2. Net-wetjouwingshannelingen, fêststeld yn de foarm fan feroarderingsen, rjochtlinen en besluten, dy't net oan in bepaalde adressaat rjochte binne, wurde ûndertekene troch de foarsitter fan de ynstelling dêr't se troch fêststeld binne.

Feroarderingsen en rjochtlinen dy't oan alle lidsteaten rjochte binne, en allyksa besluten dy't net oan in bepaalde adressaat rjochte binne, wurde bekend makke yn it *Publikaasjeblêd fan de Europeeske Uny*. Sy gean yn op it tiidstip dat yn de oanbelangjende rjochtshanneling fêstlein is of, by it ûntbrekken dêrfan, op de tweintichste dei folgjend op harren bekendmakking.

Fan de oare rjochtlinen en fan de besluten dy't oan in bepaalde adressaat rjochte binne, wurdt meidieling dien oan dyjingen oan wa't se rjochte binne; hja wurde troch dy meidieling fan krêft.

#### *Kêst 298*

1. By it úthieren fan harren taken hawwe de ynstellingen, organen en ynstânsjes fan de Uny de stipe fan in iepen, effektyf en ûnôfhinklik Europeesk amtnersapparaat.

2. Mei achtslaan fan it statút en de regeling fêststeld op grûn fan kêst 336 stelle it Europeesk Parlemint en de Ried, neffens de gewoane wetjouwingsproseduere, troch de wei fan feroarderingsen de bepalingen dêrta fêst.

#### *Kêst 299*

(âld kêst 256 FEM)

Rjochtshannelingen fan de Ried, de Kommisje of de Europeeske Sintrale Bank dy't foar natuerlike persoanen of rjochtspersoanen, útsein steaten, in jildlike ferplichting ynhâlde, foarmje eksekutoriale titel.

De úthiering bart neffens de bepalingen fan boargerlike rjochtstoarderings dy't fan krêft binne yn de steat op waans grûngebiet soks syn beslach kriget. De opdracht ta útfiering wurdt, sûnder oare kontrôle as de ferifikaasje fan de autentisiteit fan de titel, jûn troch de nasjonale autoriteit dy't it regear fan elke lidsteat foar dat doel oanwist en dêr't it kundskip fan docht oan de Kommisje en oan it Hof fan Justysje fan de Europeeske Uny.

Net't oan dy formaliteiten op fersyk fan de belanghawwende partij foldien is, kin dy de úthiering neffens de nasjonale wetjouwings fuortsette troch de saak streekrjocht by de foechhawwende ynstânsje yn te bringen.

De útfiering kin allinnich fêrsteld wurde út krêft fan in beskikking fan it Hof. It heart lykwols ta it foech fan de nasjonale rjochterlike ynstânsjes om te kontrolearjen oft de útfiering syn beslach kniget neffens de wetlike regels.

### HAADSTIK 3

## DE ADVYSORGANEN FAN DE EUROPEESKE UNY

#### *Kêst 300*

1. It Europeesk Parlemint, de Ried en de Kommisje wurde bystien troch in Ekonomysk en Sosjaal Komitee en in Komitee fan de Regio's, dy't in advisearjende taak hawwe.
2. It Ekonomysk en Sosjaal Komitee bestiet út fertsjintwurdigers fan de organisaasjes fan wurkjouwers, wurknimmers en oare fertsjintwurdigers fan it maatskiplik middenfjild, benammen sosjaal-ekonomyske en kulturele organisaasjes en boarger- en beropsorganisaasjes.
3. It Komitee fan de Regio's bestiet út fertsjintwurdigers fan de regionale en lokale mienskippen dy't beskikke oer in elektoraal mandaat op regionaal of lokaal nivo of dy't polityk ferantwurdig ferskuldige binne oan in lokaal of regionaal keazen folkstertsjintwurdigend orgaan.
4. De leden fan it Ekonomysk en Sosjaal Komitee en fan it Komitee fan de Regio's binne oan gjin inkelde ynstruksje of opdracht bûn. Hja oefenje harren amt yn folsleine ûnôfhinklikheid út yn it algemien belang fan de Uny.
5. De regels yn de lidden 2 en 3 oangeande it aard fan de gearstalling fan dy komitees wurde troch de Ried op fêste tiden hifke oan de ekonomyske, sosjale en demografyske ûntjouwing yn de Uny. De Ried stelt dêrta, op útstel fan de Kommisje, besluten fêst.

#### *OPDIELING 1*

### IT EKONOMYSK EN SOSJAAL KOMITEE

#### *Kêst 301* (âld kêst 258 FEM)

It oantal leden fan it Ekonomysk en Sosjaal Komitee is op syn meast 350.

De Ried stelt, op útstel fan de Kommisje, mei ienriedigens fan stimmen in beslút fêst dêr't de gearstalling fan it Komitee troch bepaald wurdt.

De Ried stelt de fergoedingen fan de leden fan it Komitee fêst.

*Kêst 302*  
(âld kêst 259 FEM)

1. De leden fan it Komitee wurde foar fiifjierr beneamd. De Ried stelt de list fan leden fêst dy't neffens de foardrachten fan de lidsteaten opsteld is. De leden fan it Komitee kinne net op 'en nij beneamd wurde.

2. De Ried beslút nei rieplachtsjen fan de Kommisje. Hy kin de miening freegje fan de Europeeske organisaasjes dy't represintatyf binne foar de ûnderskate ekonomyske en sosjale sektoaren en foar it maatskiplik middenfjild en dêr't de aktiviteiten fan de Uny fan belang foar binne.

*Kêst 303*  
(âld kêst 260 FEM)

It Komitee kiest út syn leden, foar in perioade fan twa en in healjierr, de foarsitter en it presidium.

It Komitee stelt in eigen reglemint fan oarder fêst.

It Komitee wurdt troch syn foarsitter gearroppen op fersyk fan it Europeesk Parlemint, fan de Ried of fan de Kommisje. It kin ek op eigen manneboet gearkomme.

*Kêst 304*  
(âld kêst 262 FEM)

It Komitee wurdt troch it Europeesk Parlemint, de Ried of troch de Kommisje rieplachte yn de gefallen foarsjoen yn de Ferdragen. It kin troch dy ynstellingen rieplachte wurde yn al dy gefallen dat hja it gaadlik achtsje. It Komitee kin, yn de gefallen dat it dat sels gaadlik achtet, it inisjatyf nimme om in advys út te bringen.

As it Europeesk Parlemint, de Ried of de Kommisje soks needsaaklik achtet, stelle hja oan it Komitee in termyn foar it útbringen fan advys, dy termyn mei net koarter wêze as ien moanne, te rekkenjen fan it stuit ôf dat de oanbelangjende medieding oan de foarsitter rjochte wurdt. Nei ôfslut fan de stelde termyn kin hannele wurde sûnder it advys ôf te wachtsjen.

It advys fan it Komitee, en ek in ferslach fan de besprekkingen, wurde oan it Europeesk Parlemint, de Ried en oan de Kommisje tastjoerd.

## OPDIELING 2

### IT KOMITEE FAN DE REGIO'S

#### *Kêst 305*

(âld kêst 263, twadde, tredde en fjirde alinea, FEM)

It oantal leden fan it Komitee fan de Regio's is op syn meast 350.

De Ried stelt, op útstel fan de Kommisje, mei ienriedigens fan stimmen in beslút fêst dêr't de gearstalling fan it Komitee troch bepaald wurdt.

De leden fan it Komitee, en ek in like grut oantal plakferfangers, wurde foar fiif jier beneamd. Hja kinne op 'en nij beneamd wurde. De Ried stelt de list fan leden en plakferfangers fêst dy't neffens de foardrachten fan de lidsteaten opsteld is. By it ôfrinnen fan it yn kêst 300, lid 3, neamde mandaat, op hokker grûn at hja foardroegen binne, hâldt de amtstermyn fan de leden fan it Komitee fan rjochtswegen op en wurde hja foar de fierdere doer fan de amtstermyn neffens deselde proseduere ferfongen. Leden fan it Komitee kinne net tagelyk lid wêze fan it Europeesk Parlemint.

#### *Kêst 306*

(âld kêst 264 FEM)

It Komitee fan de Regio's kiest út syn leden, foar in perioade fan twa en in heal jier, de foarsitter en it presidium.

It Komitee stelt in eigen reglemint fan oarder fêst.

It Komitee wurdt troch syn foarsitter gearroppen op fersyk fan it Europeesk Parlemint, fan de Ried of fan de Kommisje. It kin ek op eigen manneboet gearkomme.

#### *Kêst 307*

(âld kêst 265 FEM)

It Komitee fan de Regio's wurdt troch it Europeesk Parlemint, de Ried of troch de Kommisje rieplachte yn de gefallen dat soks yn de Ferdragen foarskreaun is en yn alle oare gefallen dat ien fan dy ynstellingen soks gaadlik achtet, benammen dêr't it giet om gearwurking oer de grinzen hinne.

As it Europeesk Parlemint, de Ried of de Kommisje soks needsaaklik achtet, stelt er oan it Komitee in termyn foar it útbûngen fan it advys; dy termyn mei net koarter wêze as ien moanne, te rekkenjen fan it stuit ôf dat de oanbelangjende meidieling oan de foarsitter rjochte wurdt. Nei ôffin fan de stelde termyn kin hannele wurde sûnder it advys ôf te wachtsjen.

Wannear't it Ekonomysk en Sosjaal Komitee neffens kêst 304 rieplachte wurdt, wurdt it Komitee fan de Regio's troch it Europeesk Parlemint, de Ried of de Kommisje op 'e hichte brocht fan dat

fersyk om advys. It Komitee fan de Regio's kin, wannear't it fan betinken is dat der spesifike regionale belangen op it spul steane, dêroer advys útbringe.

It Komitee kin, yn dy gefallen dat it soks gaadlik achtet, op eigen manneboet in advys útbringe.

It advys fan it Komitee, en ek in ferslach fan de besprekkingen, wurde oan it Europeesk Parlemint, de Ried en oan de Kommisje tastjoerd.

#### HAADSTIK 4

### DE EUROPEESKE YNVESTEARRINGSBANK

*Kêst 308*  
(âld kêst 266 FEM)

De Europeeske Ynvestearingsbank hat rjochtspersoanlikheid.

De leden fan de Europeeske Ynvestearingsbank binne de lidsteaten.

It Statút fan de Europeeske Ynvestearingsbank is opnommen yn in Protokol dat oan de Ferdraggen taheakke is. De Ried kin, op fersyk fan de Europeeske Ynvestearingsbank en nei rieplachtsjen fan it Europeesk Parlemint en de Kommisje of op útstel fan de Kommisje en nei rieplachtsjen fan it Europeesk Parlemint en de Europeeske Ynvestearingsbank, it Statút neffens in bysûndere wetjouwingsproseduere mei ierriedigens fan stimmen feroarje.

*Kêst 309*  
(âld kêst 267 FEM)

De Europeeske Ynvestearingsbank hat, mei in berop op de kapitaalmerken en op syn eigen middels, as taak om by te dragen oan in lykwichtige en ûnbehindere ûntjouwing fan de ynterne merk yn it belang fan de Uny. Mei dat doel jout er, sûnder winsteachmerk nei te stribjen, lieningen en byhearrende garânsjes om sa de finansiering makliker te meitsjen fan de folgjende projekten yn alle sektoaren fan it ekonomyske libben:

- a) projekten ta ûntwikkeling fan minder ûntwikkele gebieten;
- b) projekten rjochte op modernisearing of oerskeakeling fan ûndernimmingsen of op it skeppen fan nije wurkgelegenheid, nedich fanwegen de ynstelling of de wurking fan de ynterne merk, hokker projekten troch harren omfang of harren aard net alhiel finansiere wurde kinne út de ûnderskate middels dy't yn elk fan de lidsteaten foarhannen binne;
- c) projekten dy't foar ferskate lidsteaten fan mienskiplik belang binne en dy't troch harren omfang of aard net alhiel finansiere wurde kinne út de ûnderskate middels dy't yn elk fan de lidsteaten foarhannen binne.

By it útfieren fan syn taak makket de Bank de finansiering fan ynvestearringsprogramma's makliker yn gearhing mei stipe út de strukturfûnsen en út oare finansieringsynstruminten fan de Uny.

## TITEL II

### FINANSJELE BEPALINGEN

#### *Kêst 310* (âld kêst 268 FEM)

1. Alle ynkkomsten en útjeften fan de Uny moatte foar elk begрутtingsjier rûsd wurde en opnommen wurde yn de begutting.

De jierlikse begutting fan de Uny wurdt troch it Europeesk Parlemint en de Ried fêststeld neffens kêst 314.

De ynkkomsten en útjeften op de begutting moatte yn lykwicht wêze.

2. De útjeften dy't op de begutting opfierd binne, wurde goedkard foar de doer fan it begрутtingsjier, yn oerienstimming mei de fero ardering dy't yn kêst 322 neamd is.

3. Oan op de begutting opfierde útjeften kin net earder útfiering jûn wurde as nei't in juridysk binende rjochtshanneling fan de Uny fêststeld is; dêrmei wurdt in rjochtsgrûnslach jûn oan de maatregel en oan it útfieren fan de dêrby hearrende útjefte, yn oerienstimming mei de fero ardering dy't yn kêst 322 neamd is, foarsafiert dy fero ardering net yn útsûnderingen foarsjocht.

4. Mei it each op it hanthavenjen fan de begрутtingsdissipline, stelt de Uny gjin rjochtshannelingen fêst dy't grutte gefolgen hawwe kinne foar de begutting, sûnder de garânsje te jaan dat de útjeften dy't it gefolch binne fan sa'n rjochtshanneling, finansjere wurde kinne yn it ramt fan de eigen middels fan de Uny en mei achtslaan fan it mearjerrich finansjeel ramt dat yn kêst 312 neamd is.

5. De begutting wurdt útfierd neffens it begjinsel fan goed finansjeel behear. De lidsteaten en de Uny steane der mei-inoar noed foar dat de yn de begutting opfierde bedraggen neffens dat begjinsel bestege wurde.

6. De Uny en de lidsteaten bestride neffens kêst 325 fraude en alle oare ûnwettige aktiviteiten dy't de finansjele belangen fan de Uny skea ta bringe.

## HAADSTIK 1

### DE EIGEN MIDDELS FAN DE UNY

*Kêst 311*  
(âld kêst 269 FEM)

De Uny foarsjocht him fan de middels dy't nedich binne om syn doelstellingen te ferwêzentlikjen en syn belied út te fieren.

De begrutting wurdt, mei behâld fan oare ynkkomsten, folslein út eigen middels finansere.

De Ried stelt, neffens in bysûndere wetjouwingsproseduere en nei rieplachtsjen fan it Europeesk Parlemint, mei ienriedigens fan stimmen in beslút fêst ynhâldende bepalingen dy't fan tapassing binne op it stelsel fan eigen middels fan de Uny. Yn dat ramt kinne nije kategoryen fan eigen middels fêststeld wurde of besteande kategoryen ynlutsen wurde. Dat beslút giet earst yn nei't it troch de lidsteaten goedkard is neffens harren ûnderskate grûnwetlike bepalingen.

De Ried stelt, neffens in bysûndere wetjouwingsproseduere, troch de wei fan feroarderingen de útfieringsmaatregels fêst foar it stelsel fan eigen middels fan de Uny foarsafier't it út krêft fan de tredde alinea fêststelde beslút dêryn foarsjocht. De Ried beslút nei goedkarring troch it Europeesk Parlemint.

## HAADSTIK 2

### MEARJIERRICH FINANSJEEL RAMT

*Kêst 312*

1. It mearjierrich finansjeel ramt hat as doel om in oarderlike ûntjouwing fan de útjeften fan de Uny te garandearjen binnen de grinzen fan syn eigen middels.

It mearjierrich finansjeel ramt wurdt fêststeld foar in perioade fan op syn minst fiif jier.

By it opstellen fan de jierlikse begrutting fan de Uny wurdt it mearjierrich finansjeel ramt yn acht nommen.

2. De Ried stelt, neffens in bysûndere wetjouwingsproseduere, in feroardering oangeande it bepalen fan it mearjierrich finansjeel ramt fêst. De Ried beslút mei ienriedigens fan stimmen, nei goedkarring troch it Europeesk Parlemint dat by mearderheid fan syn leden beslút.

De Europeeske Ried kin mei ienriedigens fan stimmen in beslút fêststelle, op hokker grûn de Ried mei kwalifisearre mearderheid fan stimmen beslute kin by it fêststellen fan de feroardering

dy't yn de earste alinea neamd is.

3. Yn it finansjeel ramt wurde de jierlikse maksimumbedraggen oangeande it oangean fan ferplichtingen yn elke útjeftekatery fêststeld, en ek it jierliks maksimumbedrach foar it dwaan fan betellingen. De útjeftekateryn, dy't yn oantal beheid binne, komme oerien mei de gruttere sektoaren fan belied fan de Uny.

It finansjeel ramt omfettet alle oare bepalingen dy't nedich binne om de jierlikse begruttingsproseduere sûnder problemen ferrinne te litten.

4. Hat de Ried foar it ôfrinnen fan it foargeand finansjeel ramt noch gun feroarderings foar in nij finansjeel ramt fêststeld, dan bliuwe de maksimumbedraggen en de oare bepalingen oangeande it lêste jier fan it foargeand finansjeel ramt fan tapassing oant dy rjochtshanneling fêststeld is.

5. Yn de hiele proseduere dy't liedt ta fêststelling fan it finansjeel ramt, nimme it Europeesk Parlemint, de Ried en de Kommisje alle maatregels dy't nedich binne om de fêststelling fan de rjochtshanneling makliker te meitsjen.

### HAADSTIK 3

## DE JIERLIKSE BEGRUTTING FAN DE UNY

#### *Kêst 313*

(âld kêst 272, lid 1, FEM)

It begruttingsjier begjint op 1 jannewaris en slút op 31 desimber.

#### *Kêst 314*

(âld kêst 272, lidden 2 o/m 10, FEM)

De jierlikse begrutting fan de Uny wurdt troch it Europeesk Parlemint en de Ried, neffens in bysûndere wetjouwingsproseduere, fêststeld neffens de neikommende bepalingen.

1. Elke ynstelling, útsein de Europeeske Sintrale Bank, makket foar 1 july in rûzing fan syn útjeften foar it folgjende begruttingsjier. De Kommisje foeget dy rûzingen gear yn in ûntwerpbegrutting, dy't ôfwikende rûzingen ynhâlde mei.

Dat ûntwerp omfettet in rûzing fan de útjeften en in rûzing fan de ynkomen.

2. De Kommisje tsjinnet op syn lêst op 1 septimber fan it jier dat foarôfgiet oan it oanbelangjende begruttingsjier by it Europeesk Parlemint en by de Ried in útstel yn dat de ûntwerpbegrutting befettet.

De Kommisje kin de ûntwerpbegrutting yn de rin fan de proseduere feroarje oant it yn punt 5 neamde bemiddelingskomitee gearroppen wurdt.



3. De Ried stelt syn stânpunt oer de ûntwerpbeurting fêst en dielt dat stânpunt op syn lêst op 1 oktober fan it jier dat foarôfgiet oan it oanbelangjende begruttingsjier oan it Europeesk Parlemint mei. De Ried bringt it Europeesk Parlemint folslein op 'e hichte fan de reden dy't him derta brocht hawwe om syn stânpunt fêst te stellen.

4. As it Europeesk Parlemint binnen in termyn fan twaenfirtich dagen nei dy meidieling:

- a) it stânpunt fan de Ried goedkart, is de begrutting fêststeld;
- b) gjin beslút nommen hat, wurdt de begrutting achte fêststeld te wêzen;
- c) mei in mearderheid fan syn leden amendeminten oannimt, wurdt it sa amendearre ûntwerp tastjoerd oan de Ried en oan de Kommisje. De foarsitter fan it Europeesk Parlemint ropt yn oerlis mei de foarsitter fan de Ried fuortendaliks it bemiddelingskomitee gear. It bemiddelingskomitee komt lykwols net gear as de Ried it Europeesk Parlemint, binnen tsien dagen nei it tastjoeren fan it ûntwerp, meidielt dat er alle amendeminten fan it Parlemint goedkart.

5. It bemiddelingskomitee bestiet út de leden fan de Ried of harren fertsjintwurdigers en in like grut oantal leden dy't it Europeesk Parlemint fertsjintwurdigje, en hat as taak om, op basis fan de stânpunten fan it Europeesk Parlemint en fan de Ried, binnen in termyn fan ienentweintich dagen nei't it gearroppen is, mei in kwalifisearre mearderheid fan de leden fan de Ried of harren fertsjintwurdigers en mei in mearderheid fan de leden dy't it Europeesk Parlemint fertsjintwurdigje, oerienstimming te berikken oer in mienskiplik ûntwerp.

De Kommisje nimt diel oan it wurk fan it bemiddelingskomitee en nimt alle inisjativen dy't nedich binne om de stânpunten fan it Europeesk Parlemint en de Ried tichter byinoar te bringen.

6. As it bemiddelingskomitee binnen de yn punt 5 neamde termyn fan ienentweintich dagen oerienstimming berikt oer in mienskiplik ûntwerp, hawwe it Europeesk Parlemint en de Ried in termyn fan fjirtjin dagen ta harren foldwaan, te rekkenjen fan de datum ôf fan dy oerienstimming om it mienskiplik ûntwerp goed te karren.

7. As, binnen de termyn fan fjirtjin dagen dy't yn punt 6 neamd wurdt:

- a) sawol it Europeesk Parlemint as de Ried it mienskiplik ûntwerp goedkart of gjin beslút nimt, of ien fan dy ynstellingen it mienskiplik ûntwerp goedkart wylst de oare gjin beslút nimt, wurdt de begrutting achte definityf fêststeld te wêzen neffens it mienskiplik ûntwerp, of
- b) sawol it Europeesk Parlemint mei in mearderheid fan syn leden, as de Ried it mienskiplik ûntwerp ôfwist, of as ien fan dy ynstellingen it mienskiplik ûntwerp ôfwist en de oare gjin beslút nimt, wurdt troch de Kommisje in nije ûntwerpbeurting yntsjinne, of
- c) it Europeesk Parlemint mei in mearderheid fan syn leden it mienskiplik ûntwerp ôfwist wylst de Ried it goedkart, wurdt troch de Kommisje in nije ûntwerpbeurting yntsjinne,

of

- d) it Europeesk Parlemint it mienskiplik ûntwerp goedkart, wylst de Ried it ôfwiist, kin it Europeesk Parlemint binnen fjirtjin dagen nei de ôfwizing troch de Ried mei in mearderheid fan syn leden en fan trije fyfdepart fan it oantal útbrochte stimmen beslute om alle of in oantal fan de amendeminten dy't yn punt 4, ûnder c) neamd binne te befêstigen. As in amendemint fan it Europeesk Parlemint net befêstige wurdt, wurdt it stânpunt dat yn it bemiddelingskomitee oerienkommen is oangeande de begruttingsûnderdielen dêr't it amendemint op slacht, oernommen. De begrutting wurdt achte definityf fêststeld te wêzen op dy basis.

8. As it bemiddelingskomitee net binnen de termyn fan ienentweintich dagen dy't yn punt 5 neamd is, oerienstimming berikt oer in mienskiplik ûntwerp, wurdt troch de Kommisje in nije ûntwerpbegrutting yntsjinne.

9. Wannear't de proseduere dy't yn dit kêst omskreaun wurdt, ôfsletten is, konstataarret de foarsitter fan it Europeesk Parlemint dat de begrutting definityf fêststeld is.

10. Elke ynstelling oefenet de foegen út dy't him takend binne op grûn fan dit kêst, mei achtslaan fan de Ferdraggen en fan de út krêft fan dy Ferdraggen fêststelde rjochtshannelingen, benammen op it stik fan de eigen middels fan de Uny en op it lykwicht tusken ynkomsten en útjeften.

*Kêst 315*  
(âld kêst 273 FEM)

Is oan it begjin fan in begruttingsjier de begrutting noch net definityf fêststeld, dan kinne neffens de bepalingen yn oerienstimming mei it neffens kêst 322 fêststelde begruttingsreglemint, foar elk haadstik alle moannen útjeften dien wurde oant in maksimum fan ien tolfdepart fan de yn it oanbelangjende haadstik fan de begrutting fan it foarige begruttingsjier opfierde bedraggen; dy meie lykwols net heger wêze as ien tolfdepart fan de yn itselde haadstik fan de ûntwerpbegrutting opfierde bedraggen.

De Ried kin, op útstel fan de Kommisje, ûnder foarbehâld dat oan de oare yn de earste alinea stelde betingsten foldien wurdt, útjeften fan mear as ien tolfdepart tastean neffens it foar it útfieren fan kêst 322 fêststelde reglemint. De Ried stjoert dat beslút fuortendaliks oan it Europeesk Parlemint ta.

It beslút dat yn de twadde alinea neamd wurdt, foarsjocht yn it beskikber stellen fan de nedige middels foar it tapassen fan dit kêst, mei achtslaan fan de rjochtshannelingen dy't yn kêst 311 neamd binne.

It beslút giet yn op de tritichste dei folgjend op de fêststelling derfan as it Europeesk Parlemint binnen dy termyn net by mearderheid fan syn leden beslút om op dy útjeften te koartsjen.

*Kêst 316*  
(âld kêst 271 FEM)

Under de op grûn fan kêst 322 fêststelde betingsten, kinne de yn de begutting opfierde útjeften oars as personielskosten, foarsafier't dy oan 'e ein fan it beguttingsjier net bestege binne, inkeld en allinne nei it earstfolgjende beguttingsjier oerhevele wurde.

De yn de begutting opfierde útjeften wurde yndield yn haadstikken; dêrby wurde de útjeffeposten groepearre neffens harren aard en bestimming en ûnderferdield yn oerienstimming mei it reglemint dat neffens kêst 322 fêststeld wurdt.

De útjeften fan it Europeesk Parlemint, fan de Europeeske Ried en de Ried, fan de Kommisje en allyksa fan it Hof fan Justysje fan de Europeeske Uny wurde as ôfsûnderlike ôfdielingen yn de begutting opnommen, mei behâld fan in spesjale regeling foar bepaalde mienskiplike útjeften.

#### HAADSTIK 4

### ÚTFIERING FAN DE BEGRUTTING EN IT JAAN FAN ÚNTLÊSTIGING

*Kêst 317*  
(âld kêst 274 FEM)

De Kommisje fiert de begutting yn gearwurking mei de lidsteaten en yn oerienstimming mei it neffens kêst 322 fêststelde beguttingsreglemint út ûnder syn eigen ferantwurdlikheid en binnen de grnzen fan de takende middels en neffens it beginsel fan goed finansjeel behear. De lidsteaten wurkje mei de Kommisje gear om te garandearjen dat dy takende middels neffens it beginsel fan goed finansjeel behear bestege wurde.

Yn it beguttingsreglemint wurde de kontrôle- en auditferplichtingen fan de lidsteaten en de dêrút folgjende ferantwurdlikheden dy't mei it útfieren fan de begutting ferbân hâlde, fêststeld. It reglemint foarsjocht ek yn de wize hoe't elke ynstelling syn eigen útjeften docht en yn de omfang dêrfan.

De Kommisje kin, mei achtslaan fan de grnzen en de betingsten bepaald yn it neffens kêst 322 fêststelde beguttingsreglemint, binnen de begutting skowe mei bedraggen, itsj fan it iene haadstik nei it oare, itsj fan de iene ûnderôfdieling nei de oare.

*Kêst 318*  
(âld kêst 275 FEM)

De Kommisje leit alle jierren oan it Europeesk Parlemint en oan de Ried de finansjele ferantwurdling oer it ôfrûne beguttingsjier foar dy't ferbân hâldt mei de útfiering fan de begutting. Boppedat lit er harren in finansjele balâns fan de aktiva en passiva fan de Uny takomme.

De Kommisje tsjinnet fierders by it Europeesk Parlemint en de Ried ek in evaluaasjeferslach yn oer de finânsjes fan de Uny, basearre op de resultaten dy't berikt binne en dan benammen yn relaasje mei de oanwizingen dy't troch it Europeesk Parlemint en de Ried jûn binne op grûn fan kêst 319.

*Kêst 319*  
(âld kêst 276 FEM)

1. Op oanbefelling fan de Ried jout it Europeesk Parlemint oan de Kommisje in ûntlêstiging foar it útfieren fan de begutting. Mei dat doel kontrolearje earst de Ried en dan it Europeesk Parlemint de rekens, de finansjele balâns en it evaluaasjeferslach neamd yn kêst 318, it jierferslach fan de Rekkenkeamer ynklusyf de antwurden fan de kontrolearre ynstellingen op de opmerkingen fan de Rekkenkeamer, de yn kêst 287, lid 1, twadde alinea, neamde ferklearing, en ek de relevante spesjale ferslaggen fan de Rekkenkeamer.

2. It Europeesk Parlemint kin, foar't it in ûntlêstiging jout oan de Kommisje of foar likefolle hokker oar doel yn ferbân mei it útoefnen fan de foegen fan de Kommisje op it stik fan it útfieren fan de begutting, de Kommisje fersykje om ferantwurdig ôf te lizzen oangeande it dwaan fan útjeften of oangeande de wurking fan de finansjele kontrôlesystemen. De Kommisje jout it Europeesk Parlemint op fersyk alle nedige ynlyochtingen.

3. De Kommisje stelt alle nedige prikken yn it wurk om gefolch te jaan oan de opmerkingen yn de ûntlêstigingsbesluten en oan oare opmerkingen fan it Europeesk Parlemint oer it dwaan fan útjeften, en ek oan de op- of oanmerkingen by de oanbefellingen dy't troch de Ried oannommen binne mei it each op it jaan fan in ûntlêstiging.

Op fersyk fan it Europeesk Parlemint of de Ried brenkt de Kommisje ferslach út oer de maatregels dy't nommen binne nei oanlieding fan dy op- of oanmerkingen, benammen oer de ynstruksjes dy't jûn binne oan de tsjinsten dy't mei de útfiering fan de begutting belêstige binne. Dy ferslaggen wurde ek oan de Rekkenkeamer tastjoerd.

## HAADSTIK 5

### MIENSKIPLIKE BEPALINGEN

*Kêst 320*  
(âld kêst 277 FEM)

It mearjierrich finansjeel ramt en de jierlikse begutting wurde opsteld yn euro.

*Kêst 321*  
(âld kêst 278 FEM)

De Kommisje kin, ûnder foarbehâld dat er dêr de foechhawwende ynstânsjes fan de oambelangjende lidsteaten fan op 'e hichte bringt, harren foarderings yn de fáluta fan ien fan dy

steaten omsette yn de faluta fan in oare lidsteat, foarsafiert it nedich is om dy jilden te brûken foar de doelen dy't yn de Ferdraggen foarsjoen binne. De Kommisje sil safolle mooglik datsoarte fan transaksjes net dwaan, as er saldy beskikber hat of beskikber meitsje kin yn de faluta dêr't er ferlet fan hat.

De Kommisje ûnderhâldt kontakten mei elke lidsteat fia de troch dy steat oanwysde autonteit. Foar it útfieren fan finansjele transaksjes docht er berop op de sintrale bank fan de oanbelangjende lidsteat of op in oare troch dy lidsteat goedkarde finansjele ynstelling.

*Kêst 322*  
(âld kêst 279 FEM)

1. It Europeesk Parlemint en de Ried stelle, neffens de gewoane wetjouwingsproseduere en nei rieplachtsjen fan de Rekkenkeamer, troch de wei fan feroarderingen:

- a) de finansjele regels fêst, benammen oangeande de wize hoe't de begrutting opsteld en útfierd wurdt, en ek oangeande de wize hoe't ferantwurding ôflein wurdt en de rekkens kontrolearre wurde;
- b) de regels fêst oangeande de kontrôle fan de ferantwurdlikheid fan de finansjele aktoaren, benammen fan dyjingen dy't oanwizingen jaan meie en fan dyjingen dy't ferantwurding ôflizze moatte.

2. De Ried bepaalt, op útstel fan de Kommisje en nei rieplachtsjen fan it Europeesk Parlemint en de Rekkenkeamer, de regels en proseduere op hokker grûn de begruttingsynkomsten dêr't it stelsel fan de eigen middels fan de Uny yn foarsjocht, beskikber steld wurde oan de Kommisje, en bepaalt ek hokker maatregels tapast wurde moatte om, yn it foarkommende gefal, te foarsjen yn it ferlet fan likwide middels.

*Kêst 323*

It Europeesk Parlemint, de Ried en de Kommisje sjogge derop ta dat de Uny de finansjele middels ta syn foldwaan hat, dy't it him mooglik meitsje om oan syn juridyske ferplichtingen foar treden oer te foldwaan.

*Kêst 324*

Yn it ramt fan de yn dizze Titel neamde begruttingsprosedueres ropt de Kommisje geregeldwei de foarsitters fan it Europeesk Parlemint, de Ried en de Kommisje gear. De foarsitters nimme alle maatregels dy't nedich binne om it oerlis te befoarderjen en de stânpunten fan harren respektive ynstellingen tichter byinoar te bringen, om sadwaande de útfiering fan dizze Titel makliker te meitsjen.

## HAADSTIK 6

### FRAUDEBESTRIDING

#### *Kêst 325*

(âld kêst 280 FEM)

1. De Uny en de lidsteaten bestride fraude en alle oare ûnwettige aktiviteiten dy't de finansjele belangen fan de Uny skea dogge, troch neffens dit kêst te nimmen maatregels dy't ôfskrikke moatte en yn de lidsteaten, en ek yn de ynstellingen, organen en ynstânsjes fan de Uny, in effektive beskerming biede moatte.
2. De lidsteaten nimme foar it bestriden fan fraude dy't de finansjele belangen fan de Uny skea dogge, deselde maatregels as dy't se nimme foar it bestriden fan fraude dy't harren eigen finansjele belangen skea dogge.
3. Mei behâld fan de oare bepalingen fan de Ferdraggen koördinearje de lidsteaten harren hanneljen om de finansjele belangen fan de Uny tsjin fraude te beskermjen. Hja organisearje dêrta yn 'e mande mei de Kommisje in nauwe en geregelde gearwurking tusken de foechhawwende autoriteiten.
4. Om in effektive en lykweardige beskerming te bieden yn de lidsteaten en ek yn de ynstellingen, de organen en de ynstânsjes fan de Uny nimme it Europeesk Parlemint en de Ried, neffens de gewoane wetjouwingsproseduere en nei rieplachtsjen fan de Rekkenkeamer, de nedige maatregels oan op it mêd fan previnsje en bestriding fan fraude dy't skea docht oan de finansjele belangen fan de Uny.
5. De Kommisje bringt yn gearwurking mei de lidsteaten alle jierren oan it Europeesk Parlemint en de Ried ferslach út oer de maatregels dy't nommen binne om dit kêst út te fieren.

## TITEL III

### HECHTERE GEARWURKING

#### *Kêst 326*

(âlde kâsten 27 A o/m 27 E, 40 o/m 40 B en 43 o/m 45, FEU en âlde kâsten 11 en 11A, FEM)

By hechtere gearwurking wurde de Ferdraggen en it rjocht fan de Uny earbiedige.

Hechtere gearwurking mei gjin ûnderstek dwaan oan de ynterne merk, noch oan de ekonomyske, sosjale en territoriale gearhing. Hy mei gjin behindering of diskriminaasje yn de hannel tusken de lidsteaten foarmje, en hy mei de konkurinsje tusken de lidsteaten net fersteure.

*Kêst 327*

(âlde kâsten 27 A o/m 27 E, 40 o/m 40 B en 43 o/m 45, FEU en âlde kâsten 11 en 11A, FEM)

By hechtere gearwurking wurde de foegen, rjochten en ferplichtingen fan de net-dielnimmende lidsteaten earbiedige. De net-dielnimmende lidsteaten behinderje net de útfiering derfan troch de dielnimmende lidsteaten.

*Kêst 328*

(âlde kâsten 27 A o/m 27 E, 40 o/m 40 B en 43 o/m 45, FEU en âlde kâsten 11 en 11A, FEM)

1. Op it stuit dat dy gearwurking oangien wurdt, stiet in hechtere gearwurking iepen foar alle lidsteaten, mits foldien wurdt oan de eventuele betingsten om te diel te nimmen dy't fêststeld binne yn it machtigingsbeslút. Dielnimmen op in letter tiidstip bliuwt altyd mooglik foar lidsteaten, mitsdat se neist de nearde betingsten, ek de rjochtshannelingen dy't yn dat ramt al fêststeld binne, neikomme.

De Kommisje en de lidsteaten dy't oan in hechtere gearwurking dielnimme, sjogge derop ta dat it dielnimmen fan safolle mooglik lidsteaten befoardere wurdt.

2. De Kommisje en, yn it foarkommende gefal, de hege fertsjintwurdiger fan de Uny foar bûtenlânske saken en feilichheidsbelied stelle it Europeesk Parlemint en de Ried geregeldwei op 'e hichte fan it ferrin fan in hechtere gearwurking.

*Kêst 329*

(âlde kâsten 27 A o/m 27 E, 40 o/m 40 B en 43 o/m 45, FEU en âlde kâsten 11 en 11A, FEM)

1. De lidsteaten dy't ûnderinoar in hechtere gearwurking oangean wolle op ien fan de mêden dy't ûnder de Ferdragen falle, útsein de mêden fan eksklusyf foech en it mienskiplik bûtenlânsk belied en feilichheidsbelied, rjochtsje in fersyk ta de Kommisje, mei opjette fan it tapassingsgebiet en de doelstellingen dy't mei de foarommen hechtere gearwurking neistribbe wurde. De Kommisje kin by de Ried in útstel yn dy sin yntsjinje. As de Kommisje gjin útstel yntsjinnet, dielt er de reden dêrfoar mei oan de oanbelangjende lidsteaten.

De tastimming om in hechtere gearwurking dy't yn de earste alinea 1 neamd is, oan te gean, wurdt jûn troch de Ried, op útstel fan de Kommisje en nei goedkarring troch it Europeesk Parlemint.

2. De lidsteaten dy't ûnderinoar in hechtere gearwurking oangean wolle yn it ramt fan it mienskiplik bûtenlânsk belied en feilichheidsbelied, rjochtsje in fersyk ta de Ried. It fersyk wurdt tastjoerd oan de hege fertsjintwurdiger fan de Uny foar bûtenlânske saken en feilichheidsbelied, dy't advys útbringt oer de gearhing fan de foarommen hechtere gearwurking mei it mienskiplik bûtenlânsk belied en feilichheidsbelied fan de Uny, en ek oan de Kommisje, dy't advys útbringt oer benammen de gearhing fan de foarommen hechtere gearwurking mei it belied fan de Uny op oare mêden. It fersyk wurdt foar kundskip ek tastjoerd oan it Europeesk Parlemint.

De tastimming om in hechtere gearwurking oan te gean, wurdt ferliend troch in beslút fan de Ried, dy't mei ienriedigens fan stimmen beslút.

### *Kêst 330*

(âlde kâsten 27 A o/m 27 E, 40 o/m 40 B en 43 o/m 45, FEU en âlde kâsten 11 en 11A, FEM)

Alle leden fan de Ried kinne dielnimme oan de oerlizzen fan de Ried, lykwols allinnich de leden fan de Ried dy't de lidsteaten fertsjintwurdigje dy't oan in hechtere gearwurking dielnimme, nimme diel oan de stemming.

Ienriedigens fan stimmen wurdt allinnich foarme troch de stimmen fan de fertsjintwurdigers fan de dielnimmende steaten.

De kwali fï searre mearderheid wurdt bepaald neffens kâst 238, lid 3.

### *Kêst 331*

(âlde kâsten 27 A o/m 27 E, 40 o/m 40 B en 43 o/m 45, FEU en âlde kâsten 11 en 11A, FEM)

1. In lidsteat dy't dielnimme wol oan in besteande hechtere gearwurking op ien fan de mêden dy't yn kâst 329, lid 1, neamd binne, bringt de Ried en de Kommisje fan syn foarnimmen op 'e hichte.

Binnen fjouwer moanne nei ûntfangst fan de melding befêstiget de Kommisje it dielnimmen fan de oanbelangjende lidsteat. Hy konstatearret, yn it foarkommende gefal, dat oan de betingsten om diel te nimmen foldien is en stelt de nedige oergongsmatregels fêst yn ferbân mei it tapassen fan de rjochtshannelingen dy't al fêststeld binne yn it ramt fan de hechtere gearwurking.

Is de Kommisje lykwols fan betinken dat oan de betingsten om diel te nimmen net foldien is, dan jout er oanwizingen oangeande de matregels dy't nommen wurde moatte om wol oan dy betingsten te foldwaan, en stelt er in termyn fêst om it fersyk op 'en nij yn behanneling te nimmen. Nei ôfrin fan dy termyn nimt er it fersyk op 'en nij yn behanneling neffens de proseduere dy't yn de twadde alinea omskreaun is. As de Kommisje fan betinken is dat oan de betingsten om diel te nimmen noch altyd net foldien is, kin de oanbelangjende lidsteat de kwestje foarlizze oan de Ried, dy't him útsprekt oer it fersyk. De Ried beslút neffens kâst 330. Hy kin ek, op útstel fan de Kommisje, de oergongsmatregels dy't yn de twadde alinea neamd wurde, fêststelle.

2. In lidsteat dy't dielnimme wol oan in besteande hechtere gearwurking yn it ramt fan it mienskiplik bûtenlânsk belied en feilichheidsbelied, bringt de Ried, de hege fertsjintwurdiger fan de Uny foar bûtenlânske saken en feilichheidsbelied en de Kommisje fan syn foarnimmen op 'e hichte.

De Ried befêstiget it dielnimmen fan de oanbelangjende lidsteat, nei de hege fertsjintwurdiger fan de Uny foar bûtenlânske saken en feilichheidsbelied rieplachte te hawwen en nei, yn it foarkommende gefal, fêststeld te hawwen dat oan de betingsten om diel te nimmen foldien is. De Ried kin, op útstel fan de hege fertsjintwurdiger fan de Uny foar bûtenlânske saken en feilichheidsbelied, ek de nedige oergongsbepalingen fêststelle yn ferbân mei it tapassen fan de rjochtshannelingen dy't al fêststeld binne yn it ramt fan de hechtere gearwurking. Is de Ried lykwols fan betinken dat oan de betingsten om diel te nimmen net foldien is, dan jout er



oanwizingen oangeande de maatregels dy't nommen wurde moatte om wol oan dy betingsten te foldwaan, en stelt er in termyn fêst om it fersyk om diel te nimmen op 'en nij yn behanneling te nimmen.

Foar de tapassing fan dit lid beslút de Ried mei ienriedigens fan stimmen neffens kêst 330.

*Kêst 332*

(âlde kâsten 27 A o/m 27 E, 40 o/m 40 B en 43 o/m 45, FEU en âlde kâsten 11 en 11A, FEM)

De útfiering, dy't it gefolch binne fan de útfiering fan in hechtere gearwurking, komme foar rekken fan de dielnimmende lidsteaten, of it moast wêze dat de Ried, nei rieplachtsjen fan it Europeesk Parlemint, mei ienriedigens fan stimmen fan al syn leden wat oars beslút.

*Kêst 333*

(âlde kâsten 27 A o/m 27 E, 40 o/m 40 B en 43 o/m 45, FEU en âlde kâsten 11 en 11A, FEM)

1. As in bepaling fan de Ferdraggen dy't yn it ramt fan in hechtere gearwurking tapast wurde kin, foarskriuwt dat de Ried mei ienriedigens fan stimmen beslút, kin de Ried mei ienriedigens fan stimmen, neffens de modaliteiten neamd yn kêst 330, in beslút fêststelle dat er mei kwalifisearre mearderheid fan stimmen beslút.

2. As in bepaling fan de Ferdraggen dy't yn it ramt fan in hechtere gearwurking tapast wurde kin, bepaalt dat de Ried rjochtshannelingen neffens in bysûndere wetjouwingsproseduere fêststelt, kin de Ried mei ienriedigens fan stimmen neffens itjinge dat bepaald is yn kêst 330, in beslút fêststelle dêr't yn bepaald wurdt dat er neffens de gewoane wetjouwingsproseduere beslute sil. De Ried beslút nei rieplachtsjen fan it Europeesk Parlemint.

3. De lidden 1 en 2 binne net fan tapassing op besluten dy't gefolgen hawwe op militêr mêd of op it mêd fan definsje.

*Kêst 334*

(âlde kâsten 27 A o/m 27 E, 40 o/m 40 B en 43 o/m 45, FEU en âlde kâsten 11 en 11A, FEM)

De Ried en de Kommissje soargje foar gearhing tusken de maatregels dy't yn it ramt fan in hechtere gearwurking útfierd wurde, en ek foar gearhing tusken dy maatregels en it beflêd fan de Uny, en wurkje mei it each dêrop gear.

SANDE DIEL

**ALGEMIENE EN SLOTBEPALINGEN**

*Kêst 335*

(âld kâst 282 FEM)

Yn elk fan de lidsteaten hat de Uny it romste hannelingsfoech dat troch de nasjonale

wetjouwingsen oan rjochtspersoanen takend wurdt; hy kin benammen replik en ûnreplik guod winne of ferfrjemdzje en rjochtlík hannelje. Mei dat doel wurdt er troch de Kommisje fertsjintwurdige. De Uny wurdt lykwols troch elk fan de ynstellingen fertsjintwurdige, op grûn fan harren administrative autonomy, foar de oangelegenheden dy't ferbân hâlde mei harren respektive wurking.

*Kêst 336*  
(âld kêst 283 FEM)

It Europeesk Parlemint en de Ried stelle, neffens de gewoane wetjouwingsproseduere en nei rieplachtsjen fan de oare oanbelangjende ynstellingen, troch de wei fan feroarderingen it statút fêst fan de amtners fan de Europeeske Uny, en ek de regeling dy't fan tapassing is op de oare personielsleden fan de Uny.

*Kêst 337*  
(âld kêst 284 FEM)

Foar it útfieren fan de taken dy't him opdroegen binne, kin de Kommisje, binnen de grinzen en ûnder de betingsten sat dy troch de Ried mei gewoane mearderheid neffens de bepalingen fan de Ferdraggen fêststeld binne, alle gegevens sammelje en alle needsaaklike ferifikaasjes ferjochtsje.

*Kêst 338*  
(âld kêst 285 FEM)

1. Mei behâld fan kêst 5 fan it Protokol oangeande it Statút fan it Europeesk Stelsel fan Sintrale Banken en fan de Europeeske Sintrale Bank nimme it Europeesk Parlemint en de Ried, neffens de gewoane wetjouwingsproseduere, maatregels oan foar it opstellen fan statistiken at soks foar it útfieren fan de taken fan de Uny nedich is.

2. De produksje fan statistiken fan de Uny bart op basis fan ûnpartidichheid, betrouberheid, objektiviteit, wittenskiplike ûnôfhinklikheid, koste-effektiviteit en statistyske geheimhâlding; it mei gjin ûnevenredich grutte lêsten oan de ekonomyske aktoaren jaan.

*Kêst 339*  
(âld kêst 287 FEM)

De leden fan de ynstellingen fan de Uny, de leden fan de komitees, en ek de amtners en personielsleden fan de Uny binne holden om, sels nei ôfrin fan harren funksje, de ynlochtingen dy't neffens harren aard falle ûnder de geheimhâldingsplicht en benammen de ynlochtingen oangeande de ûndemummingen en harren hannelsbetrekkingen of de bestândielen fan harren kostprizen, net iepenbier te meitsjen.

*Kêst 340*  
(âld kêst 288 FEM)

De kontraktuele oanspraaklikheid fan de Uny wurdt bepaald troch de wet dy't op it kontrakt yn

kwestje fan tapassing is.

Oangeande de net-kontraktuele oanspraaklikheid moat de Uny neffens de algemiene begjinsels dy't de rjochtsstelsels fan de lidsteaten mien hawwe, de skea goedmeitsje dy't troch syn ynstellingen of troch syn personielsleden yn it útoefenjen fan harren funksjes feroarsake is.

Yn ôfwiking fan de twadde alinea moat de Europeeske Sintrale Bank neffens de algemiene begjinsels dy't de rjochtsstelsels fan de lidsteaten mien hawwe, de skea goedmeitsje dy't troch himsels of troch syn personielsleden yn it útoefenjen fan harren funksjes feroarsake is.

De persoanlike oanspraaklikheid fan de personielsleden foar de Uny oer wurdt regele troch de bepalingen dy't harren statút of de regeling dy't op harren fan tapassing is, fêststelle.

*Kêst 341*  
(âld kêst 289 FEM)

De sit fan de ynstellingen fan de Uny wurdt yn miene oerienstimming troch de regearingen fan de lidsteaten fêststeld.

*Kêst 342*  
(âld kêst 290 FEM)

De regeling fan it taalgebrûk troch de ynstellingen fan de Uny wurdt, mei behâld fan de bepalingen fan it Statút fan it Hof fan Justysje fan de Europeeske Uny, troch de Ried mei ienriedigens fan stimmen troch de wei fan feroarderingen fêststeld.

*Kêst 343*  
(âld kêst 291 FEM)

De Uny hat, neffens de bepalingen fan it oan de Ferdraggen taheakke Protokol fan 8 april 1965 oangeande de foarjochten en ymmuniteiten fan de Europeeske Uny, op it grûngebiet fan de lidsteaten de foarjochten en ymmuniteiten dy't nedich binne om syn taak út te fieren. Datselde jildt foar de Europeeske Sintrale Bank en de Europeeske Ynvestearingsbank.

*Kêst 344*  
(âld kêst 292 FEM)

De lidsteaten ferbine harren om in in skeel oangeande de útlis of tapassing fan de Ferdraggen net oars besljochtsje te litten as dat yn de Ferdraggen foarskreaun is.

*Kêst 345*  
(âld kêst 295 FEM)

De Ferdraggen litte de regeling fan it eigendomsrjocht yn de lidsteaten ûnferoare.

*Kêst 346*  
(âld kêst 296 FEM)

1. De bepalingen fan de Ferdraggen steane de neikommende regels net yn 'e wei:
  - a) gjin inkelde lidsteat is ferplichte om ynljochtingen te jaan dêr't de fersprieding neffens him stridich fan wêze soe mei de wêzentlike belangen fan syn feilichheid;
  - b) elke lidsteat kin de maatregels nimme dy't er needsaaklik achtet foar de beskerming fan de wêzentlike belangen fan syn feilichheid en dy't ferbân hâlde mei de produksje fan of de hannel yn wapens, munysje en oarlochsmateriaal; dy maatregels meie de konkurrinsjefêrhâldingen op de ynterne merk net oantaaste foar produkten dy't net ornearre binne foar spesifyk militêre doelen.
2. De Ried kin mei ienriedigens fan stimmen, op útstel fan de Kommisje, feroaringen oanbringe yn de list fan de produkten dêr't de bepalingen fan lid 1, ûnder b) op fan tapassing binne, dy't er op 15 april 1958 fêststeld hat.

*Kêst 347*  
(âld kêst 297 FEM)

De lidsteaten hawwe ûnderinoar oerlis om mei inoar te soargjen foar de regelingen dy't nedich binne om foar te kommen dat de wurking fan de ynterne merk ûngeunstich beynfloede wurdt troch maatregels dêr't in lidsteat fan tinkt dat er dêr net oan ûntkomme kin yn it gefal fan slimme binnenlânske ûngeregeldheden dêr't de iepenbiere oarder troch fersteurd wurdt, yn it gefal fan oarloch of fan in slimme ynternasjonale spanning dy't oarlochsgefaar ynhâldt, of om te foldwaan oan de ferplichtingen dy't er mei it each op it behâld fan de frede en fan de ynternasjonale feilichheid op him nommen hat.

*Kêst 348*  
(âld kêst 298 FEM)

Wurde de konkurrinsjefêrhâldingen op de ynterne merk ferfalske troch maatregels op grûn fan de kêsten 346 en 347, dan ûndersiket de Kommisje mei de oanbelangjende steat ûnder hokker betingsten dy maatregels oanpast wurde kinne oan de regels dy't yn de Ferdraggen fêststeld binne.

Yn ôfwiking fan de proseduere foarsjoen yn de kêsten 258 en 259 kin de Kommisje of elke lidsteat him streekrjocht rjochtsje ta it Hof fan Justysje, as hja miene dat in oare lidsteat misbrûk makket fan de foegen foarsjoen yn de kêsten 346 en 347. It Hof fan Justysje beslút mei tichte doarren.

*Kêst 349*  
(âld kêst 299, lid 2, twadde, tredde en fjirde alinea, FEM)

Sjoen de strukturele ekonomyske en sosjale situaasje fan Guadeloupe, Frânsk Guyana,

Martinique, Réunion, Saint Barthélemy en Saint Martin, de Azoren, Madeira en de Kanaryske Eilannen, dy't der net ienfâldiger op wurdt troch de grutte ôfstân, harren karakter as eilângebiet, it lytse oerflak, in dreech reliëf en klimaat en de ekonomyske ôfhinklikheid fan inkelde produkten, faktoaren dy't de ûntwikkeling fan dy gebieten slim skea dogge troch harren bliuwend en kumulatyf karakter, nimt de Ried, op útstel fan de Kommisje en nei replachtsjen fan it Europeesk Parlemint, spesifike maatregels oan dy't der benammen op rjochte binne om de betingsten foar de tapassing fan de Ferdraggen, dêrby ynbegrepen mienskiplik belied, op dy mêden fêst te stellen. Wannear't de oanbelangjende spesifike maatregels neffens in bysûndere wetjouwingsproseduere troch de Ried fêststeld wurde, beslút er ek op útstel fan de Kommisje en nei replachtsjen fan it Europeesk Parlemint.

De maatregels dy't yn de earste alinea neamd wurde, slaan benammen op dûane- en hannelsbelied, fiskaal belied, frijhandelsônes, lânbou- en fiskerijbelied, betingsten foar it leverjen fan grûnstoffen en essinsjele konsumpsjewaren, steatsstipe en betingsten foar tagong ta strukturfûnsen en ta horizontale programma's fan de Uny.

De Ried nimt de yn de earste alinea neamde maatregels oan, rekken hâldend mei de bysûndere skaaimerken en beheiningen fan de ultraperifere gebieten en sûnderdat de yntegriteit en de gearhing fan de rjochtsoarder fan de Uny, dêrby ynbegrepen de ynterne merk en it mienskiplik belied, útholle wurdt.

*Kêst 350*  
(âld kêst 306 FEM)

De bepalingen fan de Ferdraggen foarmje gjin behindering foar it bestean fan en útfiering jaan oan de regionale unys tusken België en Lúksemboarch en ek tusken België, Lúksemboarch en Nederlân, foarsafiert de doelstellingen fan dy regionale unys net benkt binne troch tapassing fan de Ferdraggen.

*Kêst 351*  
(âld kêst 307 FEM)

De rjochten en ferplichtingen út oerienkomsten dy't earder as 1 jannewaris 1958 of, yn it gefal dat steaten harren letter oansletten hawwe, foarôfgeand oan de datum fan harren oansluting tusken ien of mear lidsteaten oan 'e iene kant en tusken ien of mear tredde steaten oan 'e oare kant sletten binne, wurde troch de bepalingen fan de Ferdraggen net oantaast.

Foarsafiert dy oerienkomsten net ferienichber binne mei de Ferdraggen makket de oanbelangjende lidsteat of meitsje de oanbelangjende lidsteaten gebrûk fan alle passende middels om de fêststelde ûnferienichberheid op te heffen. As it nedich is jouwe de lidsteaten inoar bystân om dat doel te berikken en folgje hja yn foarkommende gefallen in mienskiplike gedrachslinje.

By it tapassen fan de oerienkomsten, dy't yn de earste alinea oantsjut binne, hâlde de lidsteaten rekken mei it feit dat de foardielen troch elke lidsteat yn de Ferdraggen tastien, in wêzentlik bestândiel útmeitsje fan it ta stân kommen fan de Uny en as gefolch dêrfan it hecht ferbûn wêzen mei de oprjochting fan mienskiplike ynstellingen, mei it takennen fan foegen oan dy ynstellingen en mei it jaan fan deselde foardielen troch de oare lidsteaten.

*Kêst 352*  
(âld kêst 308 FEM)

1. As bliken docht dat hanneljen fan de Uny yn it ramt fan de mêden fan de Ferdraggen nedich is om ien fan de doelstellingen fan de Ferdraggen te ferwêzentlikjen sûnderdat dy Ferdraggen yn de foegen foarsjogge dy't dêrta nedich binne, stelt de Ried, op útstel fan de Kommissje en nei goedkarring troch it Europeesk Parlemint, mei ienriedigens fan stimmen passende bepalingen fêst. Wannear't de bepalingen yn kwestje troch de Ried neffens in bysûndere wetjouwingsproseduere fêststeld wurde, beslút er ek mei ienriedigens fan stimmen, op útstel fan de Kommissje en nei goedkarring fan it Europeesk Parlemint.

2. De Kommissje fêstiget de oandacht fan de nasjonale parleminten op de útstellen dy't op dit kêst basearre wurde en wol yn it ramt fan de proseduere dy't jildt foar it hûfjen oan it subsidianteitsbegjinsel dat neamd wurdt yn kêst 5, lid 3, fan it Ferdrach oangeande de Europeeske Uny.

3. De maatregels op grûn fan dit kêst meie gjin harmonisearring fan de wetlike en bestjoersrjochtlige bepalingen fan de lidsteaten ynhâlde, yn dy gefallen dat de Ferdraggen soks útslute.

4. Dit kêst kin net as basis tsjinje foar it ferwêzentlikjen fan doelstellingen dy't ta it mienskiplik bûtenlânsk belied en feilichheidsbelied hearre, en rjochtsannelingen, dy't neffens dit kêst fêststeld wurde, moatte binnen de grinzen bliuwe dy't yn kêst 40, twadde alinea, fan it Ferdrach oangeande de Europeeske Uny fêststeld binne.

*Kêst 353*

Kêst 48, lid 7, fan it Ferdrach oangeande de Europeeske Uny is net fan tapassing op ûndersteande kêsten:

- kêst 311, tredde en fjirde alinea,
- kêst 312, lid 2, earste alinea,
- kêst 352, en
- kêst 354.

*Kêst 354*  
(âld kêst 309 FEM)

Foar it tapassen fan kêst 7 fan it Ferdrach oangeande de Europeeske Uny yn ferbân mei de ûnderbrekking fan bepaalde rjochten dy't folgie út it lidmaatskip fan de Uny, nimt it lid fan de Europeeske Ried of fan de Ried dat de lidsteat yn kwestje fertsjintwurdiget, net diel oan de stumming, en de lidsteat yn kwestje wurdt net meiteld by it berekkenjen fan it yn de lidden 1 en 2 fan dat kêst foarskreaune treddepart of fjouwer fyfdepart fan de lidsteaten. It harren ûnthâlden fan

stimming troch oanwêzige of fertsjintwurdige leden foarmet gjin beïndering foar it fêststellen fan de besluten dy't yn lid 2 fan dat kêst neamd binne.

Foar it fêststellen fan de besluten neffens kêst 7, lidden 3 en 4, fan it Ferdrach oangeande de Europeeske Uny, wurdt de kwalifisearre mearderheid bepaald neffens kêst 238, lid 3, ûnder b) fan dit Ferdrach.

As de Ried, as ferfolch op in beslút ta ûnderbrekking fan it stimrjocht dat neffens kêst 7, lid 3, fan it Ferdrach oangeande de Europeeske Uny fêststeld is, mei kwalifisearre mearderheid fan stimmen beslút op basis fan ien fan de bepalingen fan de Ferdraggen, wurdt de kwalifisearre mearderheid fan stimmen definiearre neffens kêst 238, lid 3, ûnder b) fan dit Ferdrach, en as de Ried beslút, op útstel fan de Kommisje of fan de hege fertsjintwurdiger fan de Uny foar bûtenlânske saken en feilichheidsbelied, wurdt de kwalifisearre mearderheid definiearre neffens kêst 238, lid 3, ûnder a).

Foar it tapassen fan kêst 7 fan it Ferdrach oangeande de Europeeske Uny beslút it Europeesk Parlemint mei in mearderheid fan twa treddepart fan de útbrochte stimmen, dy't as sadanich de mearderheid fan de leden fan it Europees Parlemint fertsjintwurdige.

#### *Kêst 355*

(âld kêst 299, lid 2, earste alinea, en lidden 3 o/m 6, FEM)

Neist de bepalingen fan kêst 52 fan it Ferdrach oangeande de Europeeske Uny oer it territoriale tapassingsgebiet fan de Ferdraggen, jilde ûndersteande bepalingen:

1. De bepalingen fan de Ferdraggen binne fan tapassing op Guadeloupe, Frânsk Guyana, Martinique, Réunion, Saint Barthélemy en Saint Martin, de Azoaren, Madeira en de Kanaryske Eilannen, neffens kêst 349.

2. De oerseeske lannen en gebieten – de list dêrfan is taheakke as Taheakke II – foarmje it ûnderwerp fan de bysûndere assosjaasjeregeling omskreaun yn it Fjirde Diel.

De Ferdraggen binne net fan tapassing op de oerseeske lannen en gebieten dy't mei it Feriene Keninkryk fan Grut-Brittannië en Noard-Ierlân bysûndere bannen ûnderhâlde, mar dy't net op boppeande list foarkomme.

3. De bepalingen fan de Ferdraggen binne fan tapassing op de Europeeske grûngebieten as in lidsteat dêrfan de bûtenlânske betrekkingen behertiget.

4. De bepalingen fan de Ferdraggen binne fan tapassing op de Arlânseilannen, neffens Protokol nr. 2 by de Akte oangeande de oanslutingsbetingsten fan de Republyk Eastenryk, de Republyk Finlân en it Keninkryk Sweden.

5. Yn ôfwiking fan kêst 52 fan it Ferdrach oangeande de Europeeske Uny en de lidden 1 oant en mei 4 fan dit kêst:

- a) binne de Ferdraggen net fan tapassing op de Faeröer;
- b) binne de Ferdraggen net fan tapassing op de sônes op Syprus dy't ûnder de soevereiniteit fan it Feriene Keninkryk fan Grut-Brittannië en Noard-Ierlân falle, te witten Akrotiri en Dhekelia, útsein foarsafier't nedich is om de úthiening te garandearjen fan de regelingen dy't ûnderdiel útmeitsje fan it Protokol oangeande de sônes fan Syprus dy't ûnder de soevereiniteit fan it Feriene Keninkryk fan Grut-Brittannië en Noard-Ierlân falle dat taheakke is oan de Akte oangeande de betingsten foar oansluting fan de Tsjechyske Republyk, de Republyk Estlân, de Republyk Syprus, de Republyk Letlân, de Republyk Litouwen, de Republyk Hongarije, de Republyk Malta, de Republyk Poalen, de Republyk Slowenë en de Slowaakske Republyk by de Europeeske Uny, en yn oerienstimming mei dat Protokol;
- c) binne de bepalingen fan de Ferdraggen allinnich fan tapassing op de Kanaaleilannen en op it eilân Man foarsafier't soks nedich is om de tapassing fan de regeling feilich te stellen dy't foar dy eilannen fêststeld is yn it op 22 jannewaris 1972 ûndertekene Ferdrach oangeande de oansluting fan nije lidsteaten by de Europeeske Ekonomyske Mienskip en de Europeeske Mienskip foar Atoomenerzjy.

6. De Europeeske Ried kin op inisjatyf fan de oanbelangjende lidsteat in beslút fêststelle ta feroaring fan de status oangeande de Uny fan in Deensk, Frânsk of Nederlânsk lân of gebiet lykas neamd yn de lidden 1 en 2. De Europeeske Ried beslút mei ienriedigens fan stimmen, nei rieplachtsjen fan de Kommisje.

*Kêst 356*  
(âld kêst 312 FEM)

Dit Ferdrach jildt foar ûnbeheinde tiid.

*Kêst 357*  
(âld kêst 313 FEM)

Dit Ferdrach sil troch de Hege Ferdrachslutende Partijen ratifisearre wurde neffens harren ûnderskate grûnwetlike bepalingen. De akten fan ratifikaasje sille dellein wurde by it regear fan de Italiaanske Republyk.

Dit Ferdrach giet yn op de earste dei fan de moanne dy't folget op it dellizzen fan de akte fan ratifikaasje troch de ûndertekjende steat dy't as lêste dy stap set. As dy dellizzing lykwols minder as 15 dagen foar it begjin fan de earstfolgjende moanne falt, wurdt it yngean fan it Ferdrach ferskood nei de earste dei fan de twadde moanne folgjend op dy dellizzing.



*Kêst 358*

De bepalingen fan kêst 55 fan it Ferdrach oangeande de Europeeske Uny jilde foar dit Ferdrach.

TA IN BEWIIS DÊRFAN hawwe de ûnderskreaune folmachten harren hantekeningen ûnder dit Ferdrach set.

Sa dien yn Rome, de fiifentweintichste maart njoggentjinhûndertsân en fyftich.

*(List fan ûndertekeners net opnommen)*



## TAHEAKKEN



TAHEAKKE 1

LIST DY'T NEAMD WURDT YN KÊST 38 FAN IT  
FERDRACH OANGEANDE DE WURKING FAN DE EUROPEESKE UNY

- 1 - Nûmers fan de nammelist fan Brussel	- 2 - Omskriuwing fan de waren
HAADSTIK 1	Libbene bisten
HAADSTIK 2	Fleis en ytber slachtôffal
HAADSTIK 3	Fisk, skaal-, skulp- en weakdieren
HAADSTIK 4	Molke en suvelprodukten; fûgelaaien; natuerhuning
HAADSTIK 5	
05.04	Terms, bongen en magen fan bisten, oare as dy fan fisken, yn harren gehiel of yn stikken
05.15	Produkten fan dierlike oarsprong, net earne oars neamd noch earne oars ûnder begrepen; deade bisten fan de soarten neamd yn de haadstikken 1 en 3, net gaadlik foar minsklike konsumpsje
HAADSTIK 6	Libbene planten en produkten fan de blommetylt
HAADSTIK 7	Grienten, planten, woartels en knollen, foar itersdoelen
HAADSTIK 8	Ytber fruit, skilen fan citrusfruchten en fan meloenen
HAADSTIK 9	Kofje, tee en krûderijen, útsein fan matee (nr. 09.03)
HAADSTIK 10	Nôten
HAADSTIK 11	Produkten fan de moalyndustry, mout, setmoal; gluten; inuline
HAADSTIK 12	Oaljehâldend sied en fruchten; allerhande soarten sied, siedguod en fruchten; planten foar yndustrieel en genêskundich gebrûk; strie en foer

- 1 - Nûmers fan de nammelist fan Brussel	- 2 - Omskriuwing fan de warem
HAADSTIK 13	
EKS 13.03	Pektine
HAADSTIK 15	
15.01	Riezel en oar parst of raand bargefet; parst of raand fet fan plomfee
15.02	Unbewurke of raand kowefet, skieppfet en geitefet, "premier jus" dêrûnder begrepen
15.03	Bargestearine; oleostearine; spekoalje en oleomargarine, net emulgearre, net mingd en net oars klearmakke
15.04	Fetten en oalje fan fisk of fan seesûchdieren, likegoed raffinearre
15.07	Plantaardige fette oalje, floeiber of fêst, ûnbewurke, suvere of raffinearre
17.03	Melasse, ek as ûntkleure
17.05	Sûker, sjerp en melasse, aromatisearre of mei tafoege kleurstoffen (fanillesûker en fanillinesûker dêrûnder begrepen), útsein fruchesop, dêr't sûker oan tafoege is, liketolle yn hokker ferhâlding
HAADSTIK 18	
18.01	Kakaoeannen, ek as brutsen, al of net brând
18.02	Kakaodoppen, kakaoskilen, kakaohulen en oar ôffal fan kakao
HAADSTIK 20	Produkten fan grienten, fan grientekrûden, fan fruchten en fan planten of plantedielen
HAADSTIK 22	
22.04	Foar in part gëste druvemost, likegoed de gësting op oare wize as troch it tafoegjen fan alkohol opkeard is
22.05	Wyn fan farske druven; druvemost dêr't de gësting fan troch it tafoegjen fan alkohol opkeard is (mistella dêrûnder begrepen)

- 1 - Nûmers fan de nammelist fan Brussel	- 2 - Omskriuwing fan de waren
22.07	Appel drank, pearredrank, huningdrank en oare gêste dranken
EKS 22.08	
EKS 22.10	Tafeljittak (natuerlike en keunstmjittige)
HAADSTIK 23	Resten en ôffal fan de itenynndustry, klearmakke foer foar bisten
HAADSTIK 24	
24.01	Unbewurke en net foar ferbrûk klearmakke tabak; ôffal fan tabak
HAADSTIK 45	
45.01	Unbewurke natuerkoark en koarkôffal; brutsen of mealde koark
HAADSTIK 54	
54.01	Flaaks, ûnbewurke, rotte, swingele, hikkele of oars bewurke, mar net spûn; wurk en ôffal (raffelingen dêrûnder begrepen)
HAADSTIK 57	
57.01	Himp ( <i>Cannabis sativa</i> ), ûnbewurke, rotte, swingele, hikkele of oars bewurke, mar net spûn; wurk en ôffal (raffelingen dêrûnder begrepen)

*TAHEAKKE II*

**OERSEESKE LANNEN EN GEBIETEN  
DÊT DE BEPALINGEN FAN IT FJIRDE DIEL FAN  
IT FERDRACH OANGEANDE DE WURKING FAN DE EUROPEESKE UNY  
OP FAN TAPASSING BINNE**

- Grienlân
- Nij-Kaledoanje en ûnderhearrichheden
- Frânsk Polyneezje
- Frânske Súdlike en Súdpoalgebieten
- Wallisarchipel en Futuna-eilân
- Mayotte
- Saint Pierre en Miquelon
- Arûba
- Nederlânske Antillen:
  - Bonêre
  - Kurasao
  - Saba
  - Sint Eustaasjes
  - Sint Marten
- Anguilla
- Caymaneilannen
- Falklâneilannen
- South Georgia en de Súdlike Sandwacheilannen
- Montserrat
- Pitcairn
- St. Helena mei ûnderhearrichheden
- Britsk Antarktika
- Britsk gebiet yn de Yndyske Oseaan
- Turks- en Kaikoseilannen
- Britske Famme-eilannen
- Bemuda-eilannen.